

OAREKANT GOED EN KWEA

[JENSEITS VON GUT UND BÖSE]

FRIEDRICH NIETZSCHE

Oarekant goed en kwea

*Foarspul fan in filosofy
fan 'e takomst*

Oersetting: Eric Hoekstra

UTJOUWERIJ BORNMEER 2003

*Uljûn mei stipe fan:
Provinsje Fryslân
Douwe Kalma Stichting*

ISBN 90 5615 078 2
NUR 730

© Eric Hoekstra, Ljouwert

Alle rjochten foarbeholden. Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek ferman-
nichfâldige wurde sûnder dat der skriftlike tastimming fan de útjouwer
oan foarôf giet.

Foarmjouwing: Gert Jan Slagter, Grins

Korreksje: Goasse Brouwer, Ljouwert

Setwurk: Robert Seton, Wânswert

Printwurk: Koninklijke Wöhrmann, Sutfen

www.bornmeer.nl

Ynhâld

7	YNLIEDING
19	FOARREDE
	EARSTE HAADSTIK
23	Oer de foaroadielen fan 'e filosofen
	TWADDE HAADSTIK
49	De frije geast
	TREDDE HAADSTIK
72	It religieuze aard
	FJIRDE HAADSTIK
91	Spreuken en tuskenstikjes
	FYFTE HAADSTIK
110	Oer de skiednis fan 'e ûnjouwing fan 'e moraal
	SECHSTE HAADSTIK
134	Wy gelearden
	SÂNDE HAADSTIK
155	Us deugden
	ACHTSTE HAADSTIK
183	Folken en heitelannen
	NJOGGENDE HAADSTIK
209	Wat is foarnaam?

Ynlieding

Krisis yn it moderne tinken: wat is goed, wat is ferkeard?

Dêr't oare filosofen har gauris dwaande hâlde mei fragen dy't allinnich foar filosofen nijsgjirrich binne, en dat yn ûnlesber proaza, skriuwt de fassinearjende tinker Friedrich Nietzsche (1844 - 1900) meinimmend oer fragen dêr't de moderne minske mei omrint. Eartiids waarden sokke fragen troch de godstsjinst beändere. It kristendom joech it westerske tinken en dus de gewoane minsken in tinkramt. Mar hjoeddedei is it kristendom net mear as *in* godstsjint njonken de Islam, it joadedom, astrology, New Age en wat der fierder op de religieuze merk te keap is. As God en de Bibel net langer mear foar master opslagge, wa moat ús minsken dan de wet stelle? Wat skriuwt ús foar wat goed en ferkeard is? In foarbyld. Wat of wa behinderet ús om te stellen? Miskien gjinien, en der hat wolris in partij west dy't it proletarysk winkeljen ferdigene. En is it hanneljen op de beurs net in foarm fan stellerij, of it spekulearjen? Gjinn gebod is mear absolút. Alles is relatyf wurden, ôfhinklik fan omstannichheden, ôfhinklik fan de persoan dy't oardielet.

Dochs doarmje der noch skimen fan it kristendom om: humanisme, reedlikheid, etyk, demokrasy, respekt, it binne allegearre biedwurden dêr't tinkers in (yn histoaryske sin) op it kristendom

weromgeand of dêroan besibbe systeem fan morele regels mei besykje ôf te skermjen. Om 'e nocht: der is gjin ienriedichheid oer de ynhâld fan de regels. Yn kranten en op televyzje koe men yn 2002 bygelyks neikomme hoe ûngelyk oft yn Nederlân bygelyks oardiele waard oer in fenomeen as Pim Fortuyn. Foar de midsieuske kristen soe it oardiel oer sa'n ferskynsel net yn bestân stean: dêr wie de duvel mei anneks. Hjoeddedei oardielet elkenien der oars oer, bewiis dat der oer noarmen en wearden tige ûngelyk tocht wurdt. It is de fertsjinstige fan Nietzsche dat er dy krisis yn it tinken foarm jûn hat, dat er de westerske minske bewust makke hat fan de hiele problematyk om de moraal hinne en alles wat dêr mei anneks is. Tagelyk wiist er, njonken de negative kant fan de betizing en de destruksje, op in positive kant: it libben, it morele libben, leit wer iepen, is wer aventoer wurden dêr't it yndividu dingen ûntdekke kin, oer himsels en oer oaren.

Tema fan Oarekant Goed en Kwea

It tema fan it problematyske aspekt fan de moraal komt ta utering yn de titel fan it boek, dat tagelyk ek in slogan is en in gearfetting fan de sintrale stelling fan Nietzsche: 'Jenseits von Gut und Böse' (1886), ofwol, 'Oarekant Goed en Kwea'. Dat soe men parafrearje kinne as: oarekant fan *de* moraal, want *de* moraal, dy is der net (mear), – lit ús it aventoer oangean en sykje nei nije moralen.

Lykwols beheint Nietzsche him yn syn boeken net ta ien tema. Feitlik besprekt er yn elk fan syn boeken alles wat him dwaande hâldt. De eardere boeken ('Menschliches, Allzumenschliches', 1878 en 'Morgenröte', 1881) ha lykwols in wat mear ferkennend

karakter. Yn 'Oarekant Goed en Kwea' wit Nietzsche krekt wat er sizze wol. Stap foar stap lûkt er de konsekwinsjes út de delgong fan de moraal. Dêr't oaren mar al te graach leauwe wolle en it dêrom mei de wierheid net sa nau nimme, is it by Nietzsche krekt oarsom: al sil er der ek foar lije en stjerre, de wierheid moat foar it ljocht.

Wierheid as ideaal

As der dan ek ien ideaal is, dat by Nietzsche oerein bliuwt, om't er net oars *kin*, dan is it it wierheidsideaal. En hy kin net oars om't syn *wierheidsleafde* sa grut is. En dêrmei ha wy Nietzsche syn sterke en syn swakke punt te pakken. Troch syn wierheidsleafde koe hy ûnmeilydsum sjen en oantoane dat der gjin ienriedichheid oer goed en kwea, gjin algemien jildige moraal mear is. Nietzsche pripte oeral trochhinne.

Mar by einsluten is wierheidsleafde ek noch in foarm fan idealisme dy't stridich wêze kin mei it libben, mei de natuer. Want de leagen heart likegoed by it libben as de wierheid. En it is mar al te faak sa dat de leagen better is as de wierheid. Fertelle wy bern altiten de wierheid? Fertelle wy ús meiminske altiten de wierheid? De wierheid is mar al te faak destruktief. Yn de leagen, opfette as fantasy, opfette as leauwe omtrint jinsels, sit de mooglikheid ta selsbeskerming, beskerming tsjin jinsels en beskerming tsjin de wrâld. Yn de leagen sit in konstruktief en kreatief elemint dat yn de wierheid ûntbrekt. Wierheidsleafde rint faak út op synisme, in wil ta wierheden dy't jinsels en oaren sear dogge, en as de wil dêrta mar sterk genôch is, kinne wy ek net mear fan wierheden sprekke.

It lette wurk fan Nietzsche is yndie faak ûnnedich synysk. ‘Zur Genealogie der Moral’ (1887) befettet swakke passaazjes oer folksaard en genetika, ‘Der Antichrist’ (skreaun yn 1888, publisearre 1895) is hjir en dêr hystearysk fan toan. Nietzsche kriget yn syn lette wurk hieltyd mear oanstriid om it kristendom de *skuld* te jaan fan de ûndergong fan de yn syn eagen prachtige antike wrâld, mar it konsept skuld past net by syn eigen filosofy. De antike wrâld koe boppedat ommers allinnich mar te’n ûnder gean om’t er *swakker* wie as it kristendom. Mei oare wurden, dat binne natuerlike prosessen dy’t men akseptearje moat, sa’t Nietzsche yn oare konteksten oaren graach foarhâldt.

Mar Nietzsche libbet dan al tefolle mei de antike wrâld mei, en hat de objektive toan ferlern fan ‘Jenseits von Gut und Böse’ (1886), ‘Die fröhliche Wissenschaft’ (1882) en oar wurk út de middelste perioade, dy’t yn ‘Also Sprach Zarathustra’ (1885) syn bekroaning fynt. Oan de ein fan syn libben wurdt syn morele iensumens grutter, en allyk it ferlet fan erkenning. It sil him grif stutsen ha, dat er syn libben yn tsjinst fan de filosofy steld hat, dat er de moralen fan millennia trochskôge hat en der prachtige boeken oer skreaun hat en... gjinien dy’t nota fan him nimt. It is in slimme foarm fan ûnrjochtfeardichheid om postúm ferneamd te wurden. Men wit net wêrom’t Nietzsche oan de ein fan syn libben kranksinnich waard, mar de romanyske ferbylding soe graach ha dat er út leafde foar de wierheid en út lilkens om it gebrek oan gehoar dêrfoar it ferstân ferlear.

Oarekant Goed en Kwea: sterke en swakke kanten

Lykas sein, Nietzsche skriuwt yn al syn boeken oer wat him dwaande hâldt. Dat betsjut dat er gauris fan it iene ûnderwerp nei it oare 'zapt', om in modern begryp te brûken. Foar de lêzer is dat krekt ûnderhâldend. De meast nijsgjirrige ûnderwerpen wurde ôfhannele yn de haadstikken 1 - 5 en 9. Yn it earste haadstik, 'Oer de foaroadielen fan 'e filosofen', lit Nietzsche him kenne yn syn favorite rol as wierheidsfeint en ûntmaskerder fan foaroadielen. Hy lit sjen dat de metafysisy foarûnderstelden dat in ding net út syn tsjinoerstelde ûntstean koe. Dêrtroch koene se net begripe dat dingen feroarje en moasten se allegearre ferburgen oarsaken oannimme, God, goaden, in oare wrâld, in ideale wrâld, en sa mear. Nietzsche stelt de fraach oft sokke tsjinstellingen net earder gradaasjes binne en oft dy tsjinstellingen net relatyf oan jins perspektyf binne.

De filosofen jouwe heech op fan it bewustwêzen; Nietzsche suggerearret dat it bewustwêzen likegoed yn tsjinst fan 'e ynstinkten stiet. Hy yllustrearret dat troch derop te wizen dat filosofen krekt dogge as binne har mieningen har ynjûn troch in kâlde objektivens, wylst it Feitlik tsjinstfeintsjes fan de besteande moraal binne. Dêrnei wiist er op it subjektive karakter fan de filosofy:

Linkendewei is my dúdlik wurden wat alle grutte filosofy oan no ta west ba: nammentlik de selsbekenning fan 'e útfiner en in soarte fan ûnwillekeurige en ûnbemurken memoires' (1.6).

De stoïsy wurde oanpakt om't se 'neffens de natoer' libje woene, wylst nimmen wit wat 'neffens de natoer' is, mei't de natoer net differinsjearre is. Kant wurdt ûntmaskere as in ordinêre konservatyf dy't in âldfrinzige ûnderwerping oan de moraal preket, syn 'kategoryske ymperatyf'. Nietzsche wiist derop dat yn de natoerwittenskip ôfweefd is mei allerhanne foaroadielen, lykas mei it atoom as unike, ûnfergonklike, net op te partsjen ienheid, en dat it no saak is itselde te dwaan mei de siel as unike, ûnfergonklike, net op te partsjen ienheid. De wil ta selsbehâld is alky gjin basale driuwfear, it is ommers net mear as in spesjaal gefal fan wil ta macht, dy't alle organismen eigen is want alles wol him útwreidzje.

En dan it foaroadiel fan de taal: 'Ik tink', seit de taal, dus der bestiet in 'ik' en in 'tinken'. En sa komt Nietzsche mei krytyk op it subjekt-predikaatsbegryp. It 'ik' is likemin ûndielber as de siel dat is. It ik is earder in mannichfâldichheid fan driuwfearren dy't him dat almeast net bewust is. De frije wil en de ûnfrije wil beide binne alkyksa foaroadielen en yllúzjes, mei teweibrocht troch ús beheinde fermogen ta selsobservaasje.

Yn it wurklike libben giet it inkel om sterke en swakke willen (1.21).

Feitlik besiket Nietzsche hieltyd mei de blik fan in natoerwittenskipper de foarûnderstellingen fan filosofen te hifkjen, en meastal blike de foarûnderstellingen foaroadielen te wêzen.

Haadstik 2 'De frije geast' borduert fierder op de hâlding dy't in wiere filosoof en ûndersiker fan de moraal ha moatte soe, oer de relative iensumens dêr't er yn libbet, oer syn krytyske hâlding

oangeande wat algemien leaud wurdt, en dat er fral net tinke moat dat er sels de wierheid yn pacht hat: gjin 'martlerskip foar de wierheid' en de dêrmei mank rinnende argewaasje: '*En nimmien liicht safolle as wa't argewaasje hat*' (2.26). En wier is ek net wat wy noflik of foardielich fine, al hoe ferliedlik as it ek is om sa te tinken. (Miskien dat Nietzsche oan de ein fan syn libben al yn dy fûke rûn, sjoen de heftige toan fan syn lette geskriften.) Unôfhinklikheid is it skaaimerke fan de frije geast, en hy moat nocht ha oan aventoeren, oan kennisaventoeren. En út syn ûnôfhinklikheid wei set Nietzsche fraachteken by de moraal dy't al in pear ieuwen foar master opslacht: de moraal fan it meilijen, fan it libjen foar jins meiminske. Dat is ek mar in middel ta macht, en men soe hast taheakje: sa't alle direkteuren fan leafdiedichheidsorganisaasjes mar al te goed witte.

Haadstik 3 'It religieuze aard' analysearret tagelyk de opkomst fan it kristendom yn de antike wrâld en de aard fan it kristendom, doe en no.

It kristlike leauwe is fan it begjin ôf opoffering: opoffering fan alle frijheid, alle grutskens, alle selswissens fan 'e geast; tagelyk it lytsmeitsjen en it bûnjen, it skeinen fan jins sels (3.46).

It kristendom mei syn freze Gods wurdt kontrastearre mei de Grykske religioziteit fiellen, dêr't tankberens de dominante emoasje wie. Fierders hat religy de funksje de ûnderlaach kontint te hâlden:

Faaks is oan it kristendom en it boeddisme neat sa respektabel as barkeunst en lear it sels de minsten noch oan om barsels troch frommens

yn in begere skynoardering fan 'e dingen te pleatsen en sa de nocht oan 'e wurklike oardering, dêr't se in burd libben ûnder ha, – en krekt dy burdens is nedich! – by barsels fêst te hâlden. (3.61).

Kristendom en boeddisme binne dan ek by útstek religys foar minsken dy't *lije*.

Haadstik 4 'Spreuken en tuskenstikjes' is in samling aforismen. Haadstik 5 'Oer de skiednis fan 'e ûnjouwing fan 'e moraal' lit sjen dat tinkers nea in objektyf-wittenskiplike hâlding foar de moraal oer hân ha. Foar Nietzsche jildt: *de moralen binne ek allinne mar in SYMBOALTAAL FAN 'E AFFEKTEN (5,187)*. By in bepaald karakter heart no ienris as ûnderdiel dêrfan in beskate moraal, it stjoermiddel dat in karakter noasket as er it net oplein krigen hat. Ferskate moralen wurde koart besprutsen: de Ingelse, de joadske, dy fan Plato, dy fan heale rôfdieren en misdiedigers lykas Cesare Borgia, de nuttichheidsmoraal. Bytiden hat Nietzsche de gek mei beskate moralen want hy hâldt wol fan wat gekjeierij. Nietzsche wiist derop dat de moderne moraal kepeldierminskten kreëarret. En yndie sjogge wy yn ús tiid hoe't de minske hieltyd mear in ûnderdieltsje wurdt fan de grutte masinery fan de ekonomy, fan multinasjonalen, fan burokrazy, fan it wurk – en dat wylst de rike westerske wrâld har boargers mear frije tiid jaan kinne soe as ea.

Haadstik 6 'Wy Gelearden' giet oer de ferhâlding tusken filosofy en wittenskip, en oer de opkomst fan de wittenskiplike minske. De filosofy moat stjoer jaan, mar de ferachting foar filosofy fan guon wittenskippers is neffens Nietzsche begryplik sjoen de earmoed fan de hjoeddeistige filosofen. De witten-

skiplike minske is in tsjinstfeint, de leechste yn de hierargy fan typen: oaren fertelle him wat er ûndersykje moat. Objektiviteit moat in heuristyk wêze, as ideaal tsjut it wilsarmoed oan. Fielingen binne gjin argumenten foar de wierheid of ûnwierheid fan filosofyske stellingen. Nietzsche wiist der hieltyd op dat men filosoof mei jins hiele wêzen is: it is net in berop, en men hat der earder de mentaliteit fan in kriichsman foar nedich.

Haadstikken 7 'Us Deugden' besprekt psychologyske meganismen, algemien en tiidsspesifyk. It oansjen fan morele attitudes, dêr't gauris de wierheid skea mei oandien waard, wurdt hieltyd minder, it ropt hieltyd mear ferachting op. Fierders is it fan belang om minne ûnderfiningen te ferjitten: '*Sillich binne dy't ferjitte: want dy komme ek mei bar dombeden 'klear'.*' (7, 217). Nietzsche bekritisearret de Frânske psychologyske skriuwers lykas Flaubert, en it morele oardieljen yn it algemien:

'It moreel oardieljen en feroardieljen is de favorite wraak fan 'e geastlik-bebeinden op dyen dy't dat minder binne, en ek in soarte fan skeafergoeding foar dat se fan 'e natuer net folle taparte krigen ha, te'n lêsten in gelegenheid om geast te krijen en subtyl te WURDEN: – grime begeastliket. It docht bar yn it djipst fan it bert goed dat der in mjitstêf is dy't ek dyen dy't mei almeugende jeften en foarrjochten fan 'e geast beloege binne mei barren lykslacht: – hja stride foar de gelikensens fan alleman ...' (7, 219).

It wichtichst is de krytyk op it ideaal en op it ferhearlikjen fan it 'sûnder eigenbelang', want alles bart út eigenbelang. De moderne minske wol it lijen ôfskaffe, mar:

'Hast alles wat wy 'begere kultuer' neamme, berêst op 'e fergeastliking en ferdjipping fan 'e wredens – dat is myn stelling; dat 'wylde bist' is bielendal net deamakke, it libbet, it bloeit, it bat him allinnich mar – fergodlike.' (7, 229).

De posysje fan de frou wurdt noch koart besprutsen, mar froulju hat Nietzsche noait net folle nijsgjirrichs oer te melden.

Haadstik 8 'Folken en heitelannen' giet oer de Dútse folksaard. It is sûnder mis it swakste haadstik. Fansels, wy binne hjoeddedei like kritysk as Nietzsche foar it nasjonalisme oer, mar dat is âld nijs. En fansels binne wy as lêzers ek net ynteresearre yn Nietzsche syn Wagner-obsessy. Nietzsche is eins yn trije gefallen ferfeelsum: as er skriuwt oer froulju, Wagner of Dútslân.

Haadstik 9 'Wat is foarnaam?' is wer in hearlik haadstik. Dêr besprekt Nietzsche wat syn sympaty hat, de foarname minske, de foarname kultuer.

'Alle ferbettering fan 'e 'minske' as soarte wie oan no ta it wurk fan in aristokratyske maatskippij – en sa sil it bieltyd wer wêze: as in maatskippij dy't leaut oan in lange ljedder fan rangoarder en wearde-ûngelikens tusken minske en minske, en it slavedom yn ien of oare foarm nedich is. Sûnder it PATOS FAN DISTÂNSJE, lykas waakst út it opklearre ûnderskie tusken stannen, út it kontinue útsjen en delsjen fan 'e hearskjende kaste op ûnderdienen en wurkark en út har likegoed kontinue oefening yn it om sizzen jaan en it beslissen, it ûnder hâlden en it op ôfstân hâlden, sûnder dat soe ek dat oare heimsinniger patos bielendal net waakse kinne, dy langst nei bieltyd nijere fergrutting fan distânsje yn 'e siel sels, it staljaan fan tastan-

nen hieltyd beger, seldsumer, fierder, spannender, omfangriker, dat is koartsein no krekt de ferbettering fan 'e 'minske' as soart, it trochgean mei de 'sels-oerwinning fan 'e minske', om in moralistyske formule yn in boppe-moralistyske betsjutting te brûken.' (9, 257).

Nietzsche presintearret syn basaal ûnderskie tusken twa moralen: dy foar foarname minsken en dy foar massaminsken. Foarname minsken leauwe yn it patos fan distânsje en yn ûngelikensens tusken de minsken, massaminsken leauwe yn de gelikensens fan de minsken. Dy twa moralen befochtsje inoar, sawol binnen ien minske as yn de skiednis. Hoe soe Nietzsche dat ûnderskie betocht en útwurke kinnen ha, as er net yn himsels 'slaaf en hear', de foarname minske en de massaminske, oanwêzich wist?

Eric Hoekstra, Mexico City, 17 july 2003.

Foarrede

OANNOMMEN DAT DE WIERHEID in frou is – , no, hat it dan gjin eigenskip en fertink alle filosofen derfan, foar safier't se dogmatisy wiene, dat se net folle ferstân fan froulju hiene? Dat de grouwélige serieuzens, de ûnhandige opkringerichheid dy't har hiem wie om dêrmei op 'e wierheid ta te setten, dat dat net de gaadlike middels wiene en nim no krekt in frouspersoan foar jin yn. Wis is, dat se har net ynnimme litten hat: – en allerhanne dogmatyk stiet hjoeddedei tryst en ferwezen op 'e skonken. *As* se tenminsten noch stiet! Want der binne gekoanstekkers dy't úthâlde dat se ûnderút gongen is, allerhanne soarte dogmatyk leit oer de grûn, mear noch, it siket om it lêste mei alle dogmatyk. Serieus, der binne goede redenen foar de hope, dat al it dogmatisearjen yn 'e filosofy, al hoe plechtich oft it him ek as lêste wurd en slútwurd foardien hat, doch net mear as in braaf bernespultsje en earste stap wêze mocht hat; en it stuit is faaks tichtby, dat men hieltyd mear begripe sil, *wat* feitlik al foldie om de earste stien te wêzen foar sokke ferhevene en ûnrelativearre filosofebouwurken as de dogmatisy oan no ta opbouden, – ien of oar folksbyleauwe út ûnheuchlike tiden (lykas it sielbyleauwe, dat as subjekt- en ik-byleauwe ek no noch net ophâldt foar oerlêst te soargjen), ien of oar wurdspul faaks, in ferlieding fan 'e kant fan 'e grammatika of fan in dryst feralgemienjen fan tige beheinde, tige persoanlike, tige minsklik-al-te-minsklike feiten.

De filosofy fan 'e dogmatisy wie hooplik net mear as in belofte dy't millennia omspande: lykas yn eardere tiden de astrology dat wie, dêr't miskien mear wurk, jild, skerpsinnigens, geduld oan bestege is as oan hokfoar echte wittenskip ek: – men hat oan him en syn 'boppe-ierdske' oanspraken yn Azië en Egypte hat men de grutte styl yn 'e boukeunst te tankjen. It skynt no ienkear sa te wêzen dat alle grutte dingen, dy't har mei ivige opjeften yn it hert fan it minskdom etse wolle, earst as ûnhuere en kjelmeitsjende karikatueren oer de ierde doarmje moatte: sok in karikatuer wie de dogmatyske filosofy, bygelyks de Vedanta-leare yn Azië, it platonisme yn Europa. Lit ús har net ûntankber wêze, al hoe wis oft it ek is dat wy ynskikke moatte, dat de slimste, dreechste en faaiste fan alle fersinnen oan no ta in fersin fan dogmatisy west hat, te witten Plato syn útfining fan 'e suvere geast en fan it goede op himsels. Mar no lykwols, no't dat fersin oerwûn is, no't Europa nei dy leadswiere druk wer frij sykhellet en op syn minst fan in sûnere – sliep wille ha kin, binne wy it, *dy har opjefte it wekker-wêzen is*, as erfge-namten fan alle krêft dy't de striid tsjin dat fersin grutbrocht hawwe. It wie oars de wierheid op 'e kop en de ferleagening fan it *perspektivistyske*, de grûnbetingst fan al it libben, om sa oer de geast en it goede te praten as Plato dien hat; ja, men mei, as dokter, freegje: 'wêr komt sa'n sykte op it moaiste gewaaks fan 'e Aldheid, op Plato, wei? Hat de kweade Sokrates him doch bedoarn? Hat Sokrates dan doch de man west dy't de jongerein bedoar? En hied er dan doch de gifbeker fertsjinne?' – Mar de striid tsjin Plato, of, om it ferstanniger en foar it 'folk' te sizzen, de striid tsjin 'e kristlik-tsjerklke druk fan jiertûzenen – want kristendom is platonisme foar it 'folk' – hat yn Europa in prachtige spanning yn 'e geast kreëarre, sa't dy der

op ierde noch net earder west hat: in bôge sa opspand kin men tenei op 'e fierste doelen mei sjitte. Fansels fielt de Europeeske minske dy spanning as in needtastân; en it is twa kear yn grutte styl besocht en ûntspan de bôge, earst troch it jezuïtisme en doe troch de demokratyske ferljochting: – dy't mei help fan 'e frijheid fan parse en it krantelêzen yndie ta stân bringe koe dat de geast himsels net sa gau mear as 'need' fielt! (De Dútsers ha it sjitkrûd útfûn – alle respekt! mar se ha it daalks wer yn it lyk brocht – se ha de parse útfûn). Mar wy, dy't noch Jezuït noch demokraat noch sels net Dúts genôch binne, wy *goede Europeanen* en frije, *biel* frije geasten – wy ha dat noch, alle need fan 'e geast en alle spanning fan syn bôge! En faaks ek de pylk, de opjefte, wa wit? It *doel* ...

Sils-Maria, Oberengadin yn Juny 1885

Earste haadstik

OER DE FOAROARDIELEN FAN 'E FILOSOFEN

[1]

De wil ta wierheid, dy't ús der noch ta ferliede sil en ûndernim mannich weachstik, dy romrofte wierhaftigens, dêr't alle filosofen oan no ta mei earbied oer sprutsen ha: hokfoar fragen hat dy wil ta wierheid ús al net foarlein! Hokke nuveraardige slimme fragen it freegjen wurdich! Dat is al in lang ferhaal, – en nettsjinsteande skynt it sa te wêzen, dat it amper krekt begûn is? Is it dan in wûnder as wy lang om let ris mistrouwich wurde, ús geduld ferlieze, en ús ûngeduldich omdraaie? Dat *wy* fan ús kant fan dy sfinks ek it freegjen leare? *Wa* is dat eins, dy't ús hjir fragen stelt? *Wat* yn ús wol eins 'op 'e wierheid ta'? – Yndie, wy holden lang yn foar de fraach nei de oarsaak fan dat wollen, – oant wy, op it lêst, foar in noch essinsjeler fraach hielendal stil holden. *Wy* fregen nei de *wearde* fan dat wollen. Oannommen, wy wolle wierheid: *wêrom net leaver* ûnwierheid? Of ûnwissens? Of sels ûnwittendheid? – It probleem fan 'e wearde fan 'e wierheid sette op ús ta, – of wiene wy it dy't op him tasetten? *Wa* fan ús is dêr Oedipus? *Wa* sfinks? It is in moetingssplak, sa't it liket, fan fragen en fraachtekens. – En wolle jo wol leauwe, dat it ús by einsluten taliket, as is it probleem noch nea earder steld, – as is it troch ús foar de earste kear sjoen, ûnder eagen

sjoen, *weage*? Want it is ek in weachstik, en miskien is der gjin grutter.

[2]

'Hoe *ko*e in ding ea út syn tsjinoerstelde ûntstean? Bygelyks de wierheid út it fersin? Of de wil ta wierheid út 'e wil ta fersin? Of de selsleaze hanneling út it eigenbelang? Of it suvere strieljende skôgjen fan 'e wize minske út 'e beegarte? Sok in ûntstean is net mooglik: dy't dêr fan dreamt, is in nar, of slimmer; de dingen fan 'e heechste wearde moatte in oare, *eigen* oarsprong ha, – dizze fergonklike, ferliedlike, betiizjende, triviale wrâld kin men se net út ôfliede! Earder yn 'e skerte fan it wêzen, yn it ûnfergonklike, yn 'e ferburgen god, yn it 'Ding an sich' – *dêr* moat har grûn lizze, en nearne oars!' – Dy manier fan oardieljen represintearret by útstek it foaroardiel, dêr't de metafysisy fan alle tiden oan werom te kennen binne; soksoarte fan weardetakenning giet efter al har logyske prosedueres beskûl; op basis fan dat 'leauwe' switte se op har 'witten' om, op in saak dy't plechtich oan 'e ein fan 'e rit mei de namme 'wierheid' dooptwurdt. It basisleauwe fan 'e metafysisy is *it leauwe oan 'e tsjinstelling fan wearden*. It is ek by de meast hoedene fan har net opkommen en begjin dêr op 'e drompel al te twifeljen, dêr dêr't dat it nedichst west hie: sels as se harsels priizgen dat se alles yn twifel lutsen ('de omnibus dubitandum'). Want men kin yn twifel lûke, foarst, oft der überhaupt tsjinstellingen binne, en oard, oft dy folksaardige weardeskattingen en weardetsjinstellingen, dêr't de metafysisy har stimpel op drukten, miskien net mear binne as ynskattingen fan 'e foargrûn, foarriedige perspektiven, en dan miskien ek noch út in bepaald hoekje wei, miskien fan ûnderen sjoen, lykas kikkertperspektiven, om in útdrukking te lienen dy't skil-

ders gauris brûke. Hoefolle wearde oft it wiere, it wiereftige, it selsleaze ek takomme mei: it is mooglik dat de skyn, de wil om te ferrifeljen, it eigenbelang en de begearte in foar alle libben hegere en basalere wearde taskreaun wurde moat. It soe sels wêze kinne, dat de wearde fan dy goede en fereare dingen *dêr* krekt yn sit, dat se mei dy slimme, skynber tsjinoerstelde dingen op in problematyske manier besibbe binne, yninoar knope, yninoar heakke, der miskien yn wêzen gelyk oan binne. Miskien! – Mar wa is yn 'e wille en bekroadzje him om sokke nuodlike miskiens! *Dêr*foar moat men earst de opkomst fan in nije soarte fan filosofen ôfwachtsje, sokken dy't krekt in oare, omkearde smaak en oanstriid ha as de besteande, – filosofen fan it nuodlike miskien yn alle opsichten. – En yn alle serieuzens, ik sjoch sokke nije filosofen opkommen.

[3]

Nei't ik de filosofen langernôch tusken de rigels en op 'e fingers sjoen hie, sei ik tsjin mysels: men moat it grutste part fan it bewuste tinken noch by de beuzichheden fan it ynstinkt rekkenje, sels yn it gefal fan it filosofyske tinken; men moat jins ideeën bystelle lykas men ek jins ideeën bystelle moast wat de oererving en it 'oanberne' oanbelanget. Sa'n bytsje as it bertefeit foarstelt yn it hiele barren en ferrin fan 'e oererving: sa'n bytsje stelt 'bewustens' foar as faktor *foar* it ynstinktive *oer steld*, – it meast bewuste tinken fan in filosoof wurdt temûk troch syn ynstinkten stjoerd en yn beskate banen twongen. Efter alle logika en har skynber eigenrjochtige operaasjes steane allyksa waardeskattingen, oars sein, fysiologyske betingsten foar it yn stân holden fan in bepaalde soarte libben. Bygelyks, dat it bepaalde mear wurdich is as it ûnbepaalde, de skyn minder as de 'wierheid': sokke

ynskatingen koenen, mei al har regulearjende wichtigens foar ús, wolris net mear as foargrûnsynskatingen wêze, in bepaalde soarte fan sânstoersk boadskip, dy't krekt foar it yn stân holden fan wêzens lykas ús needsaaklik wêze mei. Want stel ris, dat de minske no krekt net de 'maat fan 'e dingen' is...

[4]

De ûnwierheid fan in oardiel is foar ús noch gjin beswier tsjin in oardiel; dêr heart ús nije sprake faaks it frjemdst. De fraach is yn hoe fier oft in oardiel libben oanset, libben bewarret, in soarte bewarret, miskien sels in soarte kweekt; en wy ha in fûnemintele oanstriid en hâld fol, dat wy de meast ûnwiere oardielen (dêr't de syntetyske oardielen a priori by hearre) it minst misse kinne, dat sûnder in jilde litten fan logyske fiksjes, sûnder in ôfmjitten fan 'e wurklikheid oan 'e suver tinkbyldige wrâld fan it absolute, it himsels allike, dat sûnder in permaninte ferfalsking fan 'e wrâld troch it getal, de minske net libje kinne soe, – dat ôfsjen fan ûnwiere oardielen in ôfsjen fan it libben, in ûntkennen fan it libben wêze soe. De ûnwierheid as libbensbe-tingst tastien: dat komt der lykwols op del dat men de wenstige weardefiellingen op nuodlike wize wjerstribbet; en in filosofy, dy't soks weaget, stelt him allinnich al dêrmei oarekant goed en kwea op.

[5]

Wat jin oanfiteret en beskôgje alle filosofen mei in heal mistrouwich, heal spotsk each is net dat men hieltid wer yn 'e rekken kriget hoe ûnskuldich oft se binne – hoe faak en hoe maklik oft se har fersinne en misgripe, koartsein har bernlikens en lytsbernikens –, mar dat it by har net earlik genôch om en ta giet: wylst se

allegear in grut en deugdsum leven meitsje sagau't it probleem fan 'e wiereftigens, ek al is it mar sydlings, oansnien wurdt. Hja beare allegearre dat se har eigentlike opfettingen troch in autonome ûntjouwing fan in kâlde, suvere, godlik soarchleaze dialektyk ûntdutsen en berikt ha (hiel oars mystisy yn alle soarten en maten, dy't earliker as har en knoffeliger binne – dy prate fan 'ynspiraasje' –): wylst feitlik in oardiel yn it foar al ynnommen, in ynfal, in 'ynjouwing', almeast in ferabstraktelearre en besille hertewinsk troch harren mei efterôf optochte redenen ferdigene wurdt: – it binne allegearre abbekaten dy't it net wêze wolle, en foar it grutste part slûchslimme foarsprekkers fan har eigen foaroardielen, dy't se 'wierheden' doopt– en dy't *hiel* fier ôfstean fan 'e dapperens fan it gewisse dat himsels soks, krekt soks, tajout, hiel fier fan 'e goede smaak fan 'e dapperens dy't soks ek te kennen jout, itsij om in freon of fijân te warskôgjen, itsij út oermoed en om de gek mei harsels te hawwen. De like stive as deugdsume oanstellerij fan 'e âlde Kant, dêr't er ús mei op dialektyske slûpwegen lokket dy't ta syn 'kategoaryske ymperatyf' liede, of better, ferliede – dy toanielspilerij makket ús oan it laitsjen, ús dy't it hiem is en sjoch net sûnder wille gûcheljende âlde moralisten en moraalprekers op 'e fingers. Of sels alle matematysk lykjende hokuspokus dy't Spinoza brûkte om syn filosofy – 'de leafde foar *syn* wiisheid' by einsluten dêr't ik sa'n wurd om sis – in pânser as fan erts te jaan en in masker, om yn it foar de oanfaller te yntimidearjen dy't it oandoare soe en lit de eagen oer dy ûnbewinbere faam en Pallas Atene gean: – hoefolle eigen skrutelens en kwetsberens foar oanfallen ferriedt dy maskerade fan in ienselvige sike!

Linkendewei is my dúdlik wurden wat alle grutte filosofy oan no ta west hat: nammentlik de selsbekentenis fan 'e útfiner en in soarte fan ûnwillekeurige en ûnbemurken memoires; allyksa dat de morele (of ymmorele) bedoelingen yn alle filosofy krekt it sie is dêr't hieltyd wer de hiele plant út opwaakst. Yndie, it is handich (en ferstannich) as men, om te ferklearjen hoe't de meast ekstreme metafysyske ferklearringen fan in filosoof ûntstien binne, jin altyd earst ôffreget: hokker moraal rint it (*wol by* –) op út? Dat ik leau net dat in 'driuwfear om te kennen' de heit fan 'e filosofy is, mar dat de filosoof in oare oanstriid, hjir lykas altyd, it kennen (en it miskennen!) as in sljochtweihinne stik wurkark brûkt hat. Wa't lykwols fan alle driuwfearren fan 'e minske ûndersiket, yn hoe fier oft se krekt dêr as *ynspirearjende* ingels (of demoanen en kobolds –) in rol spylje kinnen ha, sil fernimme dat se allegearre al ris filosofy bedreaun ha, – en dat eltse driuwfear krekt *himsels* mar al te graach as eindoel fan it libben en as rjochtmjittich *bear* oer alle oare driuwfearren delsette woe. Want alle driuwfearren binne hearsksuchtich: en as *sadanich* besykje se te filosofearjen. – Goed: by de gelearden, de eigentlike wittenskiplike minsken, meie de saken der oars foar stean – 'better', as jo wolle –, dêr mei echt soksawat as in kennisdriuwfear wêze, ien of oar lyts ûnôfhinklik oerwurk, dat, goed opwûn, der wakker op los tikket, *sûnder* dat it gehiel fan 'e oare driuwfearren fan 'e gelearde der in oanpart yn hat dat makket. De echte 'ynteressen' fan 'e gelearde lizze dêrom trochstrings op in oar flak, by de hûshâlding of by it jildfertsjinjen of by de polityk; ja, it makket suver neat út oft syn lytse masine op it iene of it oare wittenskiplik mêd ynset wurdt en oft de 'gâns ûnthjittende' jonge arbeider in goede filolooch of poddestoelelekpêr of gemikus wurdt: – it *bepaalt* him net, dat er

it iene of it oare wurdt. Oarsom is der hielendal neat ûnpersoanliks oan 'e filosoof; en spesjaal syn moraal jout in besliste en beslissende tsjûgenis ôf fan *wa't er is* – dat wol sizze, hoe en yn hokker rangoarder oft de djipste driuwfearren fan syn natuer har ta inoar ferhâlde.

[7]

Wat kinne filosofen kwea-aardich wêze! Giftiger ken ik net as de grap, dy't Epikurus himsels tsjin Plato en de Platonisy tastie: hy sei dat se Dionysiokolakes wiene. Dat betsjut yn earste ynstânsje sa't it ek klinkt 'flaaikerts fan Dionysios', dus tirannefeinten en sjerpsmarders; dêr wol er lykwols ek noch mei sizze 'dat binne allegear *toanielspilars*, dêr is neat echts oan' (want Dionysiokalaks wie in bekende namme foar toanielspilars). En dat lêste is eins de kwea-aardichheid dy't Epikurus op Plato ôfskeat: syn grime waard geande makke troch de pretinsjeuze manieren, it jinsels-yn-sêne-setten, dat Plato en syn folgers sa goed koene, – en dat Epikurus hielendal net koe! Hy, de âld skoalmaster fan Samos, dy't him yn syn tún te Atene beskûl hold en trijehûndert boeken skreau, wa wit? Miskien út earsucht en lilkens op Plato? – Hûndert jier moasten foarbygean ear't Grikelân foar it ferstân krige, wa't dy túngod Epikurus west hie. – Krige it dat foar it ferstân? –

[8]

Yn alle filosofy is der in stuit, dat de 'oertsjûging' fan 'e filosoof op 'e planken stapt; of, om it yn 'e wurden fan in âld mystearjespul te sizzen:

adventavit asinus (dêr komt de ezel)
pulcher et fortissimus (moai en aldersterkst).

‘Neffens de natuer’ wolle jim *libje*? Och jim eale stoïsy, wat in ferrifeljende wurden! Tink jim ris in wêzen yn dat is as de natuer, gjin ein oan syn fergriemerij, gjin ein oan syn ûnferskilligens, sûnder doel of pardon, sûnder begrutsjen of rjochtfeardichheid, fruchtber en wyld en ûnwis tagelyk, tink jim it yndifferinte sels ris yn as macht – hoe *koene* jim neffens dy yndifferintens libje? Libje – is dat net krekt in oars-wêze-wollen as dy natuer is? Is libje net faluearje, preferearje, ûnrjochtfeardich wêze, begrinzge wêze, differint wêze wolle? En stel, jim ymperatyf ‘libje neffens de natuer’ betsjutte eins safolle as ‘libje neffens it libben’ – hoe koene jim *oars*? Wêrom in prinsipe meitsje fan wat jim sels binne en wêze moatte? – Yn wurklikheid is alles oars: wylst jim út ’e skroeven binne en beare, jim lêze jim wetten út ’e natuer op, wolle jim wat tsjinoerstelds, jim wûnderlike toanielspilars en selsferrifelders! Jim grutskens wol de natuer, sels de natuer, jim moraal, jim ideaal foarskriuwe en oanmjitte, jim wolle ha dat natuer natuer ‘neffens de Stoa’ is en jim wolle alle bestean allinne neffens jim eigen byld bestean litte – as in ûnhuere ivige ferhearliking en feralgemiening fan it stoïsisme! Mei al jim leafde foar de wierheid sette jim jim der sa lang, sa steech, sa hypnoatysk-stiif ta dat jim de natuer *ferkeard* sjogge, want stoïsynsk sjogge, oant jim net oars mear sjen kinne, – en in boaiemleaze heechmoed jout jim lang om let ek noch de kranksinnige hope yn dat, *omdat* jim jimsels tirannisearje kinne – stoïsisme is sels-tiranny – , dat de natuer him ek tirannisearje lit: want is de stoïkus net in *stikje* natuer?... Mar dat is in âlde ivige skiednis: wat him doe mei de stoïsy ôfspile, spilet him hjoeddedei noch ôf sagau’t in filosofy yn himsels begjint te leauwen. Dy skept de wrâld altyd nei syn eigen byld, hy kin net oars; filosofy is dy

tirannike driuwfear sels, de geastlike wil ta macht, de wil om 'de wrâld te skeppen', de wil ta de earste oarsaak.

[10]

De warberens en de tûkens, ik soe hast sizze slûchslimmens, dêr't men hjoed-de dei oeral yn Europa it probleem 'fan 'e wurklike en de skynbere wrâld' mei op 'e hûd sit, jout te tinken en te harkjen; en wa't dêr yn 'e eftergrûn allinne mar in 'wil ta wierheid' en oars neat beharket, hat grif de skerpste earen net. Yn ôfsûnderlike en seldsume gefallen kin sa'n wil ta wierheid byspylje, of in bare grutte en aventurearjende moed, de ambysje fan metafysisy foar de ferlerne posysje, dy't by einsluten in hânfol 'wissichheid' de pree jout boppe in hiele berch moaie mooglikheden; der kinne sels noch puriteinske fanaten fan it gewisse wêze, dy't har leaver op in wis neat foar dea deljouwe as op in ûnwis eat. Mar dat is nihilisme en in teken fan in ferwezene deawurige siel: hoe flink oft syn deugd ek beart en docht. By de sterkere, libbener, noch nei it libben toarstige tinkers steane de saken, liket it my, lykwols oars: as se partij *tsjin* 'e skyn kieze en it wurd 'perspektivysk' al mei heechmoed yn 'e mûle nimme, as se de leauwensweardichheid fan har eigen liif hast like leech oanslane as de leauwensweardichheid fan, wat evidint skynt, 'dat de ierde stilstiet', en sa skynber fleurich it wiste besit út hannen jouwe (want wat leaut men no wisser as jins liif), wa wit oft se dan yn 'e grûn fan 'e saak net wat werom feroverje wolle dat de minsken doedestiids *mei mear wissichheid* besieten, wat fan it âlde grûnbesit fan doedestiids, miskien 'de ûnstjerlike siel', miskien 'de âlde god', koartsein, ideeën dêr't better, want sterker en fleuriger, op libbe wurde kin as op 'e 'moderne ideeën?' Dêr skûlet *erchtinken* tsjin dy moderne ideeën yn, en

ûnleauwe oan alles wat juster en hjoed boud is; der is faaks in krom ferfeling en hún mei anneks, dy't it bric-a-brac fan begripen fan alderhanne komôf net mear úthâldt, sa't dat hjoeddedei as it saneamde positivisme op 'e merk brocht wurdt, in wearze fan 'e bedoarne smaak tsjin 'e merkebûntens en lapetekken fan al dy realiteitsfilosofen, dêr't neat nij en echt oan is, útsein dy bûntens. Dêryn moat men, tinkt my, dy skeptyske anty-realisten en kennismikroskopisten fan hjoeddedei gelyk jaan: har ynstinkt, dat har út 'e *moderne* wurklikheid fuortjaget, stiet bûten kiif, – wat geane ús har slûpwegen werom oan! It wêzentlike oan harren is *net*, dat se 'werom' wolle: mar dat se – *fuort* wolle. In kromke krêft, flecht, moed, keunstnerskip *mear*: en se soene *derút* wolle, – en net werom! –

[11]

It liket my sa ta, dat men hjoeddedei oeral writen docht en stoarje jin net langer blyn op 'e feitlike ynfloed dy't Kant op 'e Dútse filosofy útoefene hat, en lit fral de wearde dy't er himsels taskreau mar wiislik gewurde. Kant wie yn it foarste en lêste plak grutsk op syn tafel fan kategoryen; hy sei, mei dy tafel yn 'e hannen: 'Dat is it dreechste, dat ea foar de fan 'e metafysika ûndernommen wurde koe.' – Slaan fral acht op dat 'wurde koe'! Hy wie der grutsk op dat er yn 'e minske in nij fermogen, it fermogen ta syntetyske oardielen a priori, *ûntdutsen* hie. Wy nimme oan dat er himsels fan datoangeande ferrifele: mar de ûntjouwing en flugge bloei fan 'e Dútse filosofy sit fêst oan dy grutskens en oan 'e wediver fan alle jongfeinten en ûntdek as it kin noch wat moaiers – en yn alle gefallen 'nije fermogens'! – Mar wy moatte ús besinne: it is dêr de heechste tiid foar. Hoe binne syntetyske oardielen a priori *mooglik?*, frege Kant him ôf,

– en wat wie doe syn andert? *Dat is mooglik troch in fermogen:* mar spitigernôch sei er it net mei seis wurden mar sa omslachtich en pompeus, mei sa'n fertoan fan Dútse djipsinnigens en wakker bearende sinnen dat de fleurige Dútse leechholligens ,dy't der yn sa'n andert beskûl gietnet heard waard. Alleman wie sels út 'e skroeven om dat nije fermogen, en de jubel kaam op in hichtepunt, doe't Kant der noch in moreel fermogen yn 'e minske by ûntduts: – want doe wiene de Dútsers noch moreel en alhielendal net 'realpolitikers'. – Doe kamen de knyntsjedagen fan 'e Dútse filosofy; alle jonge teologen fan it Tübinger seminarium fleagen daalks it strewelleguod yn – allegear op 'e sneup nei nije fermogens. En wat se allegear net fûnen – yn dy ûnskuldige, rike jongfeintetiid fan 'e Dútse geast, dy't troch de Romantyk, in kwea-aardige sirene, fan alles ynlústere, ynsongen waard, doedestiids, doe't it ûnderskie tusken 'fine' en 'útfine' noch net bekend wie! Fral in fermogen foar it 'bop-pesinlike': Schelling joech it de doopnamme fan yntellektuele oanskôging en kaam dêrmei de fûlste langst temjitte fan syn feitliks nei it leauwen slije Dútsers. Men kin dy hiele oermoe-dige en dweperige beweging, dat in jongfeinterite wie, hoe warber oft se harsels ek grize âldmannebegripen oanmeaten, gjin grutter ûnrjocht dwaan as nim har serieuus of behannelje har sels mei morele argewaasje; genôch, folwoeksenens kaam, – de dream ferfleach. De tiid kaam dat se har oer de foarholle wreauen: se dogge it hjoeddedei noch. Hja hiene in dream hân: foarst en foaroan de âlde Kant. 'Dat is mooglik troch in fermogen' – hied er sein, mei safolle wurden. Mar is dat dan – in antwurd? In ferklearring? Of earder in werhelling fan 'e fraach? Hoe kriget opium de minsken oan it sliepen? 'Dat is mooglik troch in fermogen', nammentlik de virtus dormitiva (it

sliepferekkend fermogen) – neffens it antwurd fan dy dokter yn it stik fan Molière:

*quija est in eo virtus dormitiva
cujus est natura sensus assoupire.*

(want der sit in sliepferekkend fermogen yn dat as natuerlike wurking de sinnen ferdôvet).

Mar sokke antwurden hearre yn 'e komeedzje thús, en it is de heechste tiid en ferfang de Kantiaanske fraach 'Hoe binne syntetyske oardielen a priori mooglik?' troch in oare fraach 'Wêrom is it leauwen yn sokke oardielen *nedich*?' – mei as doel en begryp dat foar it selsbehâld fan wêzens fan ús soarte yn 'e wierheid fan sokke oardielen *leaud* wurde moat; dat it kinne fansels noch hieltyd *falske* oardielen wêze! Of, dúdliker sein en bot en sûnder omballingen: syntetyske oardielen a priori soene hielendal net 'mooglik wêze' moatte: wy ha dêr gjin rjocht op, yn ús mûle binne it net mear as falske oardielen. Allinnich it leauwe oan it wier wêzen dêrfan is nedich, as in foargrûnleauwe en optysk effekt, dat by de perspektive-optyk fan it libben heart. – Om by einsluten noch op 'e ûnbidige wurking werom te kommen, dy't 'de Dútse filosofy' – de lêzers begripe, hoopje ik, dat ik skrapkes brûk? – yn hiele Europa útoefene hat, men hoecht der net oan te twifeljen dat der in beskate virtus dormitiva mei anneks wie: hja wiene út 'e skroeven, de eale leechrinners, deugdridders, mystisy, keunstners, trijefearnskristenen en politike tsjusterlingen fan alle naasjes, tanksij de Dútse filosofy, dat se in tsjingif tsjin it noch oermachtige sensualisme hiene, dat fan ús foarige ieu yn dizze oerrûn, koartsein – 'sensus assoupire'... (om de sinnen te ferdôvjen).

Wat de materialistyske atomistyk oanbelanget, dy heart by de bêst wjerleine saken dy't der binne; en faaks is der fan Europa syn gelearden gjinien mear sa ûngeleard en partsje har ôfsjoen fan hûs- tûn- en kokengebrûk (nammentlik as in ôfkoarting fan 'e útdrukkingsmiddels) noch in rol fan betsjutting ta – tanksij op it foarste plak dy Poal Boscovich dy't, tegearre mei de Poal Kopernicus oan no ta de grutste en suksesfolste tsjinstanner fan optyske effekten wie. Want wylst Kopernicus ús oerhelle hat en leau, tsjin alle sintugen yn, dat de ierde *net* fêst stiet, learde Boscovich ús it en swar it lêste ôf dat fan 'e ierde 'fêst stie', it leauwen oan 'e 'stof', oan 'e 'mateary', oan it lêste ierde- en atoomklútsje: dat wie de grutste oerwinning op 'e sintugen dy't oan no ta op ierde befochten is. – Men moat lykwols noch fierder gean en ek it 'atomistysk ferlet', dat noch hieltyd in skealik neilibben libbet op mêden dêr't nimmen der aan fan hat, allyksa it romroftere 'metafysysk ferlet' – de oarloch ferklearje, in oarloch sûnder genede of kriichsfinzenen: – men moat foar alles ek dy oare en needlottiger atomistyk út 'e ljochten helpe dy't it kristendom it langste leard hat, it *siel-atomisme*. Mei dat wurd kin it leauwe oantsjut wurde dat de siel besjocht as net te ferneatigjen, ivich, net op te partsjen, as in monade, as in atoom: *dat* leauwe moast men yn 'e wittenskip mei ôfweve! It is, ûnder fjouwer eagen sein, dêrby hielendal net nedich en reitsje de siel sels kwyt en sjoch dêrmei ôf fan ien fan 'e âldste en respektabelste hyptezen: lykas it de ûnhandigens fan 'e naturalisten gauris fergie dy't, sagau't se de siel oanreitsje, him ek kwyt binne. Mar it paad nei nije opfettingen en ferfiningen fan 'e sielhypteze stiet iepen: en begripen lykas 'stjerlike siel' en siel as subjekts-mannichfâldichheid en 'siel as maatskippijstruktuer

fan driuwfearren en emoasjes' wolle tenei yn 'e wittenskip it boargerrjocht hawwe. Trochdat de *nije* psycholooch ôfweeft mei it byleauwe dat oan no ta mei in hast tropyske bluisterigen om 'e foarstelling fan 'e siele hinne skobbere, hat er him yndie om it sa mar te sizzen yn in nije woastenij en in nij mistrouwen jûn – it kin wêze dat de âlde psychologen it makliker en nofliker hiene – mar by einsluten wit er him krekt dêrtroch ek feroardiele om *út te finen* – en, wat wit, faaks ek om *te finen*. –

[13]

De fysiologen soene har betinke moatte ear't se de driuwfear ta selsbehâld as de kardinale driuwfear fan in organisme oanmerke. Foar alles wol wat libbet syn krêft *útwierje* – it libben sels is wil ta macht – : it selsbehâld is net mear as ien fan 'e yndirekte en mannichfâldige *gefolgen* dêrfan. – Koartsein, hjir lykas oeral jildt, wês op jins iepenst foar *oerstallige* teleologyske prinsipes! – lykas dat fan 'e driuw ta selsbehâld der ien is (dy't oan Spinoza syn brek oan konsekwintens te tankjen is –). Want soks gebiedt de metoade, dy't yn essinsje sunichheid mei prinsipes wêze moat.

[14]

Yn fiif, seis hollen daget no miskien it besef dat de fysika ek net mear is as it delsetten fan en it op-in-rychje-setten fan 'e wrâld (op ússels basearre, mei permisje) en *net* in ferklearring fan 'e wrâld: lykwols, foarsafier as de fysika him op it stânpunt fan it leauwen oan 'e sintugen stelt, jildt er as mear en moat noch folle langer as mear, nammentlik as ferklearring jilde. De fysika hat nammentlik eagen en fingers oan syn kant, hy hat de optyske effekten en de hânfielberens oan syn kant: fan dy gefolgen dat

er in tiidrek mei in yn essinsje plebeeske smaak betsjont, ompraat, *oertsjûget*, – it folk giet ommers ynstinktyf ôf op syn wierheidsdogma fan it ivich folksaardige sensualisme. Wat is klear, wat ‘ferklearre’? Earst dat wat him sjen en fielle lit, – oant sa fier moatte alle problemen trochtocht wurde. Oarsom: krekt yn it akseljen *tsjin* ’e sinlikens gie de tsjoen beskûl fan ’e platoanyske tinkwize, dat in *foarname* tinkwize wie, – faaks ûnder minsken dy’t sels wille hiene fan sterkere en mear fergjende sintugen as ús tiidgenoaten ha, mar dy’t der in hegere triomf yn wisten te finen en bliuw oer dy sintugen baas: en dat troch de feale kâlde grize netten fan har begripen, dy’t se oer de bûnte kliber fan sintugen – it sintúglike rapalje, lykas Plato sei – hinne smieten. Der skûlet in oare soarte fan *nocht* yn en oerweldigje en set de wrâld sa del op ’e manier fan Plato, as dat der stiket yn wat de fysisy fan hjoed ús oanbiede, of de darwinisten of de antyteologen tusken de fysiologyske wurkers, mei har prinsipe fan ’e ‘sa lyts mooglike krêft’ en de sa grut mooglike dommens. ‘Dêr’t de minske neat mear te sjen en te fiellen hat, dêr hat er ek neat mear te sykjen’ – dat mei dan in oare ymperatyf as de platoanyske wêze, mar dy koe foar in dreech bodzjende slachte fan masinisten en brêgebouwers fan ’e takomst krekt de goede ymperatyf wêze.

[15]

Om mei in goed gewisse fysiology te bedriuwen, moat men fêst hâlde oan it idee dat de sintúglike organen *gjin* ferskynsels binne yn ’e sin fan ’e idealistyske filosofy: oars koene se ommers gjin oarsaken wêze! Sensualisme op syn minst as paadwizende hypteze, om net te sizzen as heuristysk prinsipe. – Wat? En oaren sizze sels, de bûtenwrâld is it produkt fan ús

organen? Mar dan soe ommers ús eigen lea, as in stik fan dy bûtenwrâld, it produkt fan ús organen wêze! Mar dan soene ommers ús organen sels – it produkt fan ús organen wêze! Dat is, tinkt my, oer alle boegen in *reductio ad absurdum*: oannommen dat it begryp *causa sui* (jins eigen oarsaak wêze) oer alle boegen wat absurds is. Dat de bûtenwrâld is *net* it produkt fan ús organen – ?

[16]

Der binne noch hieltyd naïve obstrewearders fan it eigen sels, dy't leauwe dat der 'streekrojochte wissichheden' binne, bygelyks 'ik tink', of, wat it byleauwe fan Schopenhauer wie, 'ik wol': krekt as krige it kennen hjir syn objekt skjinn en bleat te pakken, as 'ding op himsels', en wie der noch fan 'e kant fan it subjekt noch fan 'e kant fan it objekt in ferfalsking. Mar dat 'streekrojochte wissichheid' likegoed as 'absolute kennis' en 'ding op himsels' in *contradictio yn adjectivo* (in term dy't himsels tsjinsprekt) ynhâldt, sil ik hûnderten kearen op 'e nij sizze: kom lang om let doch ris fan 'e ferlieding fan wurden los! It folk mei leauwe dat kennen in folslein kennen is, de filosoof moat dêrfoaroer tsjin himsels sizze: 'As ik it barren útinoar plúzje, dat yn 'e sin 'Ik tink' útdrukt wurdt, dan smyt my dat in rige fan drystmoedige bewearingen op, dy't net maklik, faaks hielendal net, earne op te fûndearjen binne, – bygelyks, dat *ik* it bin dy't tinkt, dat it überhaupt ien ding wêze moat dat tinkt, dat tinken in dwaan en in wurkjen fan 'e kant fan in wêzen is dat as oarsaak tocht wurde kin, dat der in 'ik' is, en by einsluten, dat al fêst stiet wat mei tinken bedoeld wurdt, – dat ik *wit* wat tinken is. Want as ik dat net al by mysels fêststeld hie, wêr koe ik dan oan ôfmjitte dat wat der bart miskien net in 'wollen' of in 'fiellen'

is? Genôch, dat ‘ik tink’ giet der fan út dat ik myn tastân fan it momint mei oare tastannen dy’t ik fan mysels ken *ferlykje*, om sa fêst te stellen hokker it gefal is: troch dat weromgripen op in oar ‘witten’ hâldt dy tastân foar my yn alle gefallen gjin streek-rjocht ‘witten’ yn. – Dat yn plak fan dy ‘streekrjochte wissichheid’, dêr’t it folk yn sa’n gefal oan leauwe mei, kriget de filosoof in rychje fan metafysyske fragen yn hannen, dat pas de echte gewissefragen fan it yntellekt binne: ‘Hoe kom ik oan it begryp tinken? Wêrom leau ik oan oarsaak en gefolch? Wat jout my it rjocht om te sprekken fan in ik, of sels fan in ik as oarsaak, of by einsluten fan ik as oarsaak fan it tinken?’ Wa’t it weaget en beânderje sokke metafysyske fragen op slach en stuit, mei in berop op in soarte fan *yntuysje* wat it kennen oanbelanget, lykas hy it docht dy’t seit: ik tink, en wit, dat dit op syn minst wier, wurklik, wis is’ – dy sil fan in filosoof hjoeddedei in glimke en twa fraachtekens weromkrije. ‘Achte hear’, sil de filosoof him miskien te ferstean jaan, ‘der is net folle kâns op dat jo je net fersinne: mar wêrom ek perfoarst wierheid?’ –

[17]

Wat it byleauwe fan ’e logisy oanbelanget: ik krij der net genôch fan en kom hieltyd wer werom by in simpel feitsje, dat dy byleauwigen leaver net wêze wolle, – en dat is dit, dat in tins komt as ‘hy’ wol, en net as ‘ik’ wol; dat it is in *ferfalsking* fan ’e feiten en sis: it subjekt ‘ik’ is de betingst fan it predikaat ‘tink’. It tinkt: mar dat dat ‘it’ krekt dy âlde romrofte ‘ik’ wêze soe, is, yn alle myldens, net mear as in ferûnderstelling, in bewearing, fral gjin ‘streekrjochte wissichheid’. By einsluten is mei dat ‘it tinkt’ eins al te folle dien: krekt dat ‘it’ betsjut in *útlizzen* fan it proses en heart net by it proses sels. Der wurde konklúzjes lutsen op

basis fan 'e grammaticale gewoante 'tinken is in dwaan, by alle dwaan heart ien dy't it docht, en dêrom' –. Likernôch neffens itselde skema socht de âldere atomistyk by de 'krêft' dy't wurket noch in klútsje mateary dêr't de krêft yn húsmannet en út wei wurket, it atoom; strangere koppen learden it lang om let om it sûnder dat 'ierdklútsje' te stellen, en faaks wurdt it ús op in dei noch hiem om it, ek fan 'e kant fan 'e logisy sûnder dat lytse 'it' (dêr't it goede âlde 'ik' ta ferfleach) te stellen.

[18]

In teory hat wier net as minste sjarme dat er wjerlein wurde kin: krekt dêrtroch lûkt er skerpere koppen oan. It liket derop dat de hûnderten kearen wjerleine teory fan 'e 'frije wil' syn bestean allinnich noch oan dy sjarme te tankjen hat – : hieltyd wer komt der ien dy't him sterk genôch fielt om him te wjerlizzen.

[19]

It is de filosofen wenst en praat oer de wil as wie it de bekendste saak fan 'e wrâld; Schopenhauer joech ús ommers te ferstean: allinne de wil is ús eins bekend, yn syn hiele hear en fear bekend, net mear en net minder as bekend. Mar my tinkt hieltyd wer dat Schopenhauer ek yn dit gefal allinne mar dien hat wat filosofen útsoarte wenst is te dwaan: hy hat in *foaroardiel fan it folk* oernommen en oerdreaun. Wollen liket my foarst wat yngewikkelds ta, eat dat inkel as wurd in ienheid is, – en krekt yn it Ien-Wurd giet it foaroardiel fan it folk beskûl, dat de altyd mar lytse hoedenens fan 'e filosofen de baas wurden is. Dat lit ús foar ienris hoedener wêze, lit ús 'ûnfilosofysk' wêze – en sis: alle wollen sit op it foarste plak in mearfâldichheid fan fiellen yn, nammentlik it fiellen fan in tastân om *út wei*, it

fiellen fan in tastân om *op ta*, it fiellen fan dat ‘út wei’ en ‘op ta’ sels, en dan noch in fiellen fan spieren dêrby dat, ek sûnder dat wy ‘earms en skonken’ yn beweging sette, troch in soarte fan wenst, sagau’t wy ‘wolle’, sines docht. Lykas ek it fiellen, of eins meardere soarten fan fiellen, as yngrediïnt fan ’e wil ûnderskaat wurde kin, sa is der op it twadde plak ek noch it tinken: yn alle wilsdieden is in tins dy’t kommandearret; – en men sil ommers net leauwe dat dy tins fan it ‘wollen’ ôfskaat wurde kin, krekt as bleau der dan noch ‘wollen’ oer! Yn it tredde plak is de wil net allinnich in kompleks fan fiellen en tinken, mar ek foar alles in *affekt*: en dat affekt is it affekt fan it kommandearjen. Dat wat ‘frijheid fan ’e wil’ hjit, is feitlik it superioriteitsaffekt oangeande him dy’t om sizzen jaan moat: ‘Ik bin frij, ‘hy’ moat om sizzen jaan’ – dat bewustwêzen stekt yn alle wollen, likegoed as dy fûle yndachtigens, dy strakke eachopslach dy’t ien ding mei útsluten fan al it oare fiksearret, dy betingstleaze weardeskating fan ‘no is dit en oars neat nedich’, dy ynderlike wissigens dat om sizzen jûn wurde sil, en wat der oars noch by de tastân heart fan him dy’t kommandearret. In minske dy’t *wol* – , bekommandearret in ding yn himsels dat syn kommando acht jout of dêr’t er fan leaut dat it acht jout. Mar nim no yn it omtinken wat it wûnderlikste oan ’e wil is, – oan dy mannichfâldige saak dêr’t in folk mar ien wurd foar hat: foarsafier oft wy yn in beskaat gefal de baas binne dy’t kommandearret *en* de feint dy’t acht slacht, en as feint de fiellingen fan twang, ynkrongenens, druk, wjerstribbigens en beweging kenne, dy’t normaliter daalks nei de die fan ’e wil begjinne; foarsafier oft wy it oan ’e oare kant foar de gewoante ha om ús mei it syntetyske begryp ‘ik’ oer dy twa-heid hinne te setten en ússels sadwaande fierhinne te ferrifeljen, hat him oan it wollen noch in hiele

keatling fan miskonklúzjes en dus fan falske weardekattingen fan 'e wil sels hechte, – fan dy gefolgen dat hy dy't wol yn goed fertrouwen leaut, wollen is *genôch* om yn aksje te bringen. Wylst yn 'e aldermeaste gefallen inkeld wold waard dêr't ek de wurking fan it kommando, dus it acht jaan, dus de aksje *ferwachte* wurde mocht, hat de *skyn* him yn it fiellen oerset, as soe der in *needsaaklikheid fan wurking wêze*; genôch, wa't wol leaut, mei in reedlike graad fan wissigens, dat wil en aksje op ien of oare manier ien binne – , hy skriuwt ek it slagjen, de útfiering fan it wollen noch oan 'e wil sels ta en hat dêrby wille fan in tanimming fan dat machtfiellen dat alle wolslagjen mei bringt. 'Frijheid fan 'e wil' – dat is it wurd foar dy mannichfâldige tastân fan wille fan wa't wol, fan wa't kommandearret en him tagelyk mei wa't útfiert ferienselfiget, – dy't as sadanich ek wille hat fan 'e triomf oer wjerstannen, mar dy't by himsels oardielt, it is eins syn eigen wil dy't de wjerstannen oerwint. Wa't wol nimt op dy manier de willefiellingen fan 'e útfierende, suksesfolle stikken ark, de tsjinstbere 'ûnderwillen' of ûndersielen – ús lea is ommers in organisaasjestruktuer fan in protte sielen – by syn eigen willefiellingen as kommandeur. L'effet c'est moi: hjir hat plak wat yn alle goed strukturearre en lokkige mienskippen plak fynt, nammentlik dat de regearjende klasse him mei de suksesen fan 'e mienskip identifisearret. By alle wollen is simpelwei sprake fan in kommandearjen en in achtjaan, op 'e grûnslach, lykas sein, fan in organisaasjestruktuer fan in protte 'sielen': en dêrom soe de filosoof it rjocht nimme moatte en begryp it wollen op himsels al binnen it eachweid fan 'e moraal: en dêrby wurdt moraal opfette as de lear fan 'e machtsferhâldingen dy't it fenomeen 'libben' mooglik meitsje.

Dat de ôfsûnderlike filosofyske begripen net wat willekeurichs binne en net op harsels steane, mar yn betrekking en besibbens ta inoar opwaakse, dat se, hoe hommels en willekeurich oft se, sa't it liket, ek yn 'e skiednis fan it tinken nei foaren komme, dochs likegoed in systematysk gehiel foarmje as alle fauna mei inoar op in hoekje fan 'e ierde: dat blykt by einsluten noch út it feit dat de meast ferskillende filosofen folslein foarsisber hieltyd wer ien beskaat grûnskema fan alle *mooglike* filosofyen ynfolje. Yn 'e ban fan wat ûnsichtbers rinne se hieltyd wer itselde traject: se kinne har noch sa ûnôfhinklik fan inoar felle mei har krityske of systematyske wil: ien of oar ding yn harren is har liedsman, ien of oar ding driuwt har yn in beskate oarder efter inoar oan, en dat is krekt dy oanberne systematyk en besibbens fan begripen. Har tinken is yndie folle minder in ûntdekken as in werkennen, in op 'e nij yn it sin kommen, en werom- en thúskommen fan in fiere oerâlde kollektive hûshâlding fan 'e siele, dêr't dy begripen ea út groeid is: – filosofearjen is fan dat in earstegraads atavisme. De wûnderlike famyljegelikensens fan al it Yndyske, Grykse en Dútse filosofearjen lit him maklikernôch ferklearje. Krekt, dêr't taalbesibbens bestiet, is net foar te kommen dat, troch de mienskiplike filosofy fan 'e grammatika – ik bedoel troch it ûnbewust bewâld en lieding jaan fan lyksoartige grammatikale funksjes – yn it foar alles foar in lyksoartige ûntjouwing en oardering fan filosofyske systemen klear leit: allyksa skynt it paad nei beskate oare mooglikheden fan wrâldútliis ôfsnien te wêzen. De kâns is grut dat filosofen fan 'e Oeral-Altayske taalfamylje (dêr't de ûntjouwing fan it subjekt-begryp it minst de guit nommen hat) oars 'de wrâld yn' sjogge en op oare paden te finen binne as Yndogermanen of

Muzelmannen: de ban fan beskate grammatikale funksjes is yn lêste ynstânsje de ban fan *fysiologyske* weardeoardielen en rasjale betingsten. – Dat as ôfwizing fan Locke syn oerflakkigens oan-geande de oarsprong fan 'e ideeën.

[21]

De causa sui (dat wat syn eigen oarsaak is) is it bêste foarbyld fan eat dat himsels tsjinsprekt dat oan no ta úttocht is, in soarte fan ferkrêfting en pervertearing fan 'e logika: mar de grouwêlige grutskens fan 'e minske hat it foarinoar krigen om djip en skriklik yn dy ûnsin betize te reitsjen. Want de langstme nei 'frijheid fan 'e wil', yn syn metafysyske superlative betsjutting dy't spitigernôch noch hieltyd yn 'e koppen fan 'e semy-akademisy foar master opslacht, de langstme fan 'e minske en nim sels de ferantwurdlikens foar syn dieden mei ham en gram op 'e nekke en stel God, wrâld, foarteam, tafal, maatskippij dêr frij fan, is neat minder as dat er krekt dy causa sui wêze soe en himsels, mei in mear as Münchhauseniaanske drystmoedigens, oan it hier út 'e sompe fan it neat yn it bestean lûkt. Stel, ien sjocht de boerske ienfâld fan dat romrofte begryp 'frije wil' troch en set it him út 'e kop, dan freegje ik him no om noch in stap fierder te gean mei syn 'ferljochting' en him ek noch de omkearing fan dat wanbegryp 'frije wil' út 'e kop te setten: ik bedoel de 'ûnfrije wil', dy't op in misbrûk fan oarsaak en gefolch delkomt. Men moat jin net fersinne en fan 'oarsaak' en 'gefolch' *dingen meitsje*, lykas de natuerûndersikers dogge (en wa lykas har it tinken benaturalisearret –) neffens de hearskjende meganistyske dwaasheid, dy't de oarsaken stjitte en triuwe lit, oant it 'wurket'; men moat 'oarsaak', en 'wurking' allinne as suvere *begripen* brûke, dat is as konvinsjonele fiksjes mei as doel om te ferwurdzjen en te

kommunisearjen, *net* om te ferklearjen. Yn it ‘op himsels’ is der neat fan ‘kausale ferbannen’, fan ‘needsaak’, fan ‘psychologyske ûnfrijheid’, dêr folget *net* ‘de wurking út ’e oarsaak’, dêr regearret gjin ‘wet’. *Wy* binne it dy’t allinne de oarsaken, it nei-inoar, it foar-inoar, de relativiteit, de twang, it getal, de wet, de frijheid, de basis, it doel optocht ha; en as wy dy teken-wrâld as ‘op himsels’ yn ’e dingen optinke, byminge, dan geane wy te wurk sa’t wy altiten te wurk gongen, nammentlik *mytologysk*. De ‘ûnfrije’ wil is mythology: yn it wurklike libben giet it inkel om *sterke* en *swakke* willen. – It is hast altyd al in symptoom fan wêr’t it by him sels oan mankearret, as in tinker yn alle ‘kausale kompleksen’ en ‘psychologyske needsaaklikheid’ wat fan twang, need, folgje-moatten, druk, ûnfrijheid fielt: it is ferriederlik om sa te fiellen, – de persoan ferriedt him. En überhaupt wurdt, as ik it goed sjoen ha, fan twa folslein tsjinoerstelde kanten, mar hieltyd op in djip *persoanlike* wize de ‘ûnfrijheid fan ’e wil’ as probleem opfette: de iene wol foar gjin goud syn ‘ferantwurdlikheid’ kwyt, it leauwe oan *himsels*, it persoanlike rjocht op *syn* fertsjinste (by dat type hearre de idele rassen –); de oare wol oarsom neat ferantwurdzje, oan neat skuld ha en hat langst himsels earne oan *te fersmiten*. Dat lêste type hat it hjoeddedei foar de gewoante en nim it op foar misdiedigers; in soarte fan sosjalistysk begrutsjen is har oanfallichste ferskiningsfoarm. En yndie, it fatalisme fan ’e wilsswakken krazet der bjusterbaarlik fan op, as it him as ‘la religion de la souffrance humaine’ (de religy fan it lijen fan ’e minske) foardwaan kin: dat is *syn* ‘goede smaak’.

[22]

Ferjou my dat ik as âld filolooch sa kwea-aardich bin en lis de finger op swakke stealtsjes fan ynterpretaasje: mar dy

‘wetmjitigens fan ’e natuer’, dêr’t jim fysisy sa grutsk oer prate as soe..., – bestiet allinne tanksij de betsjutting dy’t jim der yn lizze en jim minne ‘filology’, – dat it is gjin feit, gjin ‘tekst’, earder inkel in nayf-humanitêre ferfraaiïng en ferdraaiïng, dêr’t jim de demokratyske ynstinkten fan ’e moderne siel moai mei yn ’e mjitte komme! ‘Oeral gelikensens foar de wet, – de natuer hat it wat dat oanbelanget net oars en net better as wy’: in brave bytins, dêr’t nochris de fijânskip fan ’e groepsminskten tsjin al it befoarrjochte en sûvereine, likegoed as in twadde en finerynlein ateïsme, yn beskûl giet. ‘Ni dieu, ni maître’ – dat wolle jim ek: en dêrom ‘heech de natuerwet!’ – is ’t n’t sa? Mar, lykas sein, dat is ynterpretaasje, gjin tekst; en der koe ien komme, dy’t, mei tsjinoerstelde bedoeling en ynterpretaasjekeunst, yn dyselde natuer en mei dyselde ferskynsels foar eagen, krekt it tirannike-gewisseleaze en ûnferbidlike trochsetten fan machts-oanspraken lêst, – in útlizzer, dy’t jim de útsûnderingsleazens en betingstleazens yn alle ‘wil ta macht’ op sa’n manier foarsette dat hast alle wurden en sels it wurd ‘tiranny’ by einsluten ûnbrûkber of in al te bot ôfswakjende en mylderjende metafoar – te minsklik – lykje soene; en dy’t dochs by einsluten itselde oer dizze wrâld bewearre soe as jim, nammentlik, dat se in ‘needsaaklik’ en ‘berekkenber’ ferrin hat, mar *net* om’t wetten yn har baas binne mar om’t wetten yn har absolút *misse*, en om’t alle machten alle stuiten har lêste konsekwinsje lûke. Stel dat dat ek allinne mar ynterpretaasje is – en jim sille warber genôch wêze om dat der tsjin yn te lizzen? – no, safolleste better. –

[23]

Alle psychology is oan no ta yn morele foaroardielen en bangichheden stykjen bleaun: dy hat him net yn it djippe weage.

Om dy as klassifikaasje en *ûntjouwingslear fan 'e wil ta macht* op te fetsjen, sa't ik him opfetsje – dat hat gjinien sels yn syn djipste tinzen ek mar benei west: foar safier oft it alteast tastien is en fyn yn dat wat oan no ta skreaun is in symptoom fan wat oan no ta ferswijd waard. It geweld fan 'e morele foaroardielen is djip yn 'e geastlikste, yn 'e skynber kâldste en foarûndersteltingsleaze wrâld opkrongen – en, sa't men fan tinken wol ha kin, skea oanrjochtsjend, remjend, blyn-meitsjend, ferdraaiend. In echte fysio-psychology hat mei ûnbewuste wjerstannen yn it hert fan 'e ûndersiker te kampen, 'it hert' is der op tsjin: in lear fan 'e ôfhinklikheid fan 'goede' en 'ferkearde' driuwfearren oer en wer, as in fyn-ynleine foarm fan ymmoraliteit, besoarget in gewisse fol krêft en hertemoed al in oanfal fan need en wearze, – noch mear in lear fan 'e ôfliedberens fan alle goede driuwfearren út 'e ferkearden. Mar stel, immen beskôget sels de affekten haat, niid, besitsucht, hearsksucht as libbensbetingjende affekten, as eat dat yn it gehiel fan 'e hûshâlding fan it libben essinsjeel is en perfoarst oanwêzich wêze moat, dus noch sterker makke wurde moat yngefal't it libben sterker makke wurde sil, – sa'n ien ligt ûnder in soksoartige rjochting fan oardieljen as wie it in seesykte. En dochs is ek dy hypsteze fier noch hein de pynlikste en frjemdste yn dat ûnhuere hast noch nije ryk fan nuodlike kennis: – en der binne yndie hûndert goede grûnen dat alleman der fier by wei bliuwt, dy't dat – *kin!* Fan 'e oare kant: is men dêr ienris mei jins skip bedarre, no, dan de kop derfoar! Flink de toskan opinoar! De eagen iepen dwaan! De hân fêst oan it stjoerfjil! – Wy farre streekrjocht *oer* de moraal *binne*, wy smoare, wy tegruzjelje dêrby faaks ús eigen lêste bytsje moraal, trochdat wy it weagje en syl dêrhinne, – mar wat dogge *wy* derta! Nea hat in drystmoedige reiziger en aventurier

in *djippere* wrâld fan ynsjoch opdien: en de psycholooch dy't op sa'n manier 'offers bringt' – it is *net* de sacrificio dell'intelletto, krekt oarsom! – sil op syn minst dêrfoar werom freegje meie, dat de psychology wer as bazinne oer de oare wittenskippen erkend wurde sil, dy't besteane om har te tsjinjen en ta te rieden. Want de psychology is tenei wer it paad nei de fûnemintele problemen.

Twadde haadstik

DE FRIJE GEAST

[24]

O sancta simplicitas (O hillige ienfâld)! Yn hokfoar seldsume ferienfâldiging en ferfalsking libbet de minske! Men kin jin net genôch ferwûnderje, as men ienris de eagen foar dat wûnder opdien hat! Hoe't wy alles om ús hinne helder en frij en licht makke ha! Hoe't wy ús sintugen in frijpas foar al it oerflakkige, ús tinken in godlik begear nei moedwillige sprongen en misse konklúzjes wisten te jaan! – hoe't wy fan it earste ôf de keunst machtich wiene en behâld ús ûnwittendheid foar ús, mei it doel en ha wille fan in amperoan begryplike frijheid, tinsleazens, ûnfoarsichtigens, heldhaftigens, fleurigens fan libjen, mei it doel en ha nocht oan itlibben! En earst op dy tenei fêste en graniten grûn fan ûnwittendheid mocht doe de wittenskip him ferheffe, de wil om te witten op 'e grûn fan in folle geweldiger wil, de wil om net te witten, de wil ta it ûnwisse, ta it ûnwiere! Net as syn tsjinoerstelde, mar – as syn ferfining! Want ek al kin de *taal*, hjir lykas op oare plakken, net boppe syn plompens útkomme en giet dy gewoan troch en praat fan tsjinoerstelden dêr't allinne gradaasje en in fynmeskich ferskaat oan stadia is, – , ek al draait de yngrevene hypokrisy fan 'e moraal, dy't no yn ús ûnoerwinlik 'fleis en bloed' úttekene stiet, ús wittenden

sels de wurden yn 'e mûle om, dochts ha wy it hjir en dêr troch en laitsje der om hoe't sels de bêste wittenskip ús noch it bêste yn dy *ferienfâldige*, troch ende wer troch keunstmjittige, fan fersinnen oaninoar breide wrâld fêsthâlde wol, hoe't dy ûnfrijwillich-reewillich it fersin leafhat, om't dy, dy't libbet, – it libben leafhat!

[25]

Nei sa'n fleurige ynliding wol in ernstich wurd goed heard wurde: it rjochtet him ta de ernstichsten. Tink om jimsels, filosofen, en pas op foar it martlerdom! Foar it lijen 'om wille fan 'e wierheid'! Sels foar de eigen ferdigening! Dy bedjert yn jim gewisse alle ûnskuld en fynsinnige neutralens, dy makket jim stiifhalzich foar beswieren en reade lapen oer, dy makket dom, dy ferbarget en fersmoarget, as jim yn 'e kamp mei faaiens, rabberij, fertochtmaking, útstjitting en noch rûgere gefolgen fan fijânskip op it lêst hielendal yn 'e rol fan ferdigener fan 'e wierheid krûpe moatte: – as soe 'de wierheid' in ûnskuldige goeie jonge wêze dy't ferdigeners nedich is! En sokken as jimme, jim ridders fan 'e drôvige figuer, achte stjoerlju-op-'e-wâl en spinwevers fan 'e geast! Eins witte jim goed genôch dat it neat útmeitsje mei oft *jim* gelyk krije, fierders dat oan no ta gjin filosoof gelyk krigen hat, en dat alle lytse fraachtekens dy't jim efter jim eigen leaflingswurden en leaflingsteorieën (en by gelegenheid efter jimsels) sette, mear te priizgjen binne as al jim plechtige attitudes en troeven foar oanklagers en gerjochtshoven oer! Stal jim leaver tebek! Flechtsje yn 'e ferburgenens! En brûk jim masker en slûchslimmens sa dat oaren jim net útinoar kinne. Of benaud foar jim wurde! En ferjit de tún net, de tún mei it gouden traljewurk! En sykje minsken dy't binne as in tún

– of as muzyk oer it wetter, jûns, as de dei al yn it ûnthâld sit – ; kies de *goede* iensumens, de frije, baldiedige, lichte iensumens, dy't jim ek it rjocht jout sels ta in hichte noch goed te bliuwen! Hoe giftich, hoe listich, hoe min meitsje alle lange oarloggen, dy't har net mei iepenlik geweld fiere litte! Hoe *persoanlik* makket in lange bangens, in lang achtjaan op fijannen, op mooglike fijannen! Dy't útstjitten binne út 'e maatskippij, lang hjittfolge, nei in slimme hetze, – ek de twangkluzeners, de Spinoza's of de Giordiano Bruno's – dy wurde by einsluten altyd, al is it ek ûnder de geastykste maskerade en faaks sûnder dat se it sels witte, raffinearre wraaksuchtigen en gifmingers (dol mar ris de grûn fan 'e etyk en teology fan Spinoza op!) – om it mar net te hawwen oer de dwaasheid fan 'e morele argewaasje, dy't by in filosoof it wisse teken is dat syn filosofysk gefoel foar humor poater is. It martlerdom fan 'e filosoof, syn 'selsopoffering foar de wierheid', twingt foar it ljocht wat er fan 'e agitator en fan 'e toanienspiler yn him hie; en stel dat men him oan no ta allinne mei artistike nijsgjirrigens obstrewearre hat, dan kin men oan-geande mear as ien filosoof begryp ha foar de faaie winsk om dy ek ris yn syn ferwurding te sjen (ferwurden ta 'martler', ta toaniel- en tribuneraashals). Mar dan moat men, by sa'n winsk, wol doel ha oer *wat* men dan te sjen krije sil: – net mear as in saterspul, in grap as beslút, eins net mear as it kontinue bewiis dat de lange eigentlike trageedzje *oan 'e ein kommen is*: oannommen dat alle filosofy fan it begjin ôf oan ien lange trageedzje wie.

[26]

In heechbejfticht minske bestribbet ynstinkyf syn boarch en heimlikheid, dêr't er fan 'e kliber, de massa, de measten *ferlost*

is, dêr't er de regel 'minske' ferjitte kin as de útsûndering dêrop: – útsein as er troch in noch sterker ynstinkt, as in minske mei in grut en útsûnderlik ynsjoch, streekrjocht mei de noas op 'e regel drukt wurdt. Wa't yn it deistich kontakt mei minsken sa út en troch fan ellinde net grien en giel sjocht fan wearze, ferfeling, meifellen, depressiviteit, iensumens, dy is wis gjin minske fan in hegere smaak; mar stel, hy nimt al dy lêst en argewaasje net frijwillich op him, hy giet har hieltyd út 'e wei en bliuwt, lykas sein, stil en grutsk ferburgen op syn boarch, no, dan is ien ding moai wis: hy is net foar it ynsjoch makke, net foarbestimd. Want dan soe er op in dei tsjin himsels sizze 'Nei de deale mei myn goede smaak! Mar de regel is nijsgjirriger as de útsûndering, – as my, de útsûndering!' – en hy soe *nei ûnderen* dûke, en fral ek 'deryn'. De bestudearring fan 'e *trochsneed* minske, lang, steech en omwille fan dat doel ek mei in protte fermomming, selsoerwinning, fertroulikheid, minderweardich sosjaal kontakt – alle sosjaal kontakt is minderweardich as it net mei jins gelikensens is – : dat is in yntegraal ûnderdiel fan it libben fan alle filosofen, en faaks it stik dat it ûnnoflikst is, it minst rûkt, it rykst is oan teloarstellingen. Hat er lykwols gelok, lykas paslik foar in sneinsbern fan it ynsjoch, dan komt er op syn paad yn 'e kunde mei dy't syn opjefte koarter en lichter meitsje, – ik bedoel de saneamde sinisy, as sokken dy't it dier, it fulgêre, de 'regel' op himsels simpelwei werkenne en dêrby noch safolle geast en piid ha dat se oer harsels en har gelikensens *foar tsjûgen* prate moatte: – bytiden krôlje se sels yn boeken om as yn har eigen dong. Sinisme is de iennichste manier foar platte sielen om nei reedlikheid te stribjen; en de hegere minske moat by bot en fynsinnich sinisme beide de earen opdwaan en himsels lokwinskje alle kearen dat krekt foar him de bysfeint sûnder skamte of de wittenskiplike sater lûd jouwe. Der

binne sels gefallen dat de wearze mei de betsjoening yn 'e earm rint: dat is as mei sa'n yndiskrete bok en aap, troch in gril fan 'e natuer, it sjeny ferbûn is, lykas by de abt Galiani, de djipste, skerpsinnichste en faaks ek smoarchste minske fan syn ieu – hy dolde folle djipper as Voltaire en dêrom hold er him ek folle mear stil. Wol faker bart it dat, lykas sein, de wittenskiplike kop op in apeliif, in fynsinnich en útsûnderlik ferstân op in fulgêre siel set is, – ûnder artsen en moraalfysiologen komt dat net selden foar. En dêr't ien sûnder ferbittering, earder argeleas it oars net oer de minske hat as oer in búk mei twa ferletten en in kop mei ien; oeral dêr't immen hieltyd allinne mar slijens, slachtlik begear en idelens siket en sjen *wol*, as wiene dat de eigentlike en iennichste driuwfearren fan it minsklik hâlden en dragen; koartsein, dêr't it praat de minske 'min' behannelet – en net ienris *slim* – , dêr moat de leafhawwer fan it ynsjoch krigel en mei oerlis harkje, hy moat überhaupt syn ear te harkjen lizze dêr't sûnder argewaasje sprutsen wurdt. Want de minske mei argewaasje, of wa't fierder oan ien stik wei mei de eigen tosken himsels (of yn it plak dêr fan de wrâld of God of de maatskippij) oan stikken skuort en opslynt, mei dan moreel rekkene heger stean as de laitsjende en selsfoldiene sater, neffens alle oare mjitstêven is er lykwols it gewoanere, minder nijsgjirrige, minder learsume gefal. En nimmen *liicht* safolle as wa't argewaasje hat. –

[27]

It is net maklik om begrepen te wurden: fral as men gangasrotogati (lykas de Ganges) tinkt en libbet, ûnder minsken dy't sûnder útsûndering oars tinke en libje, dat wol sizze kurmagati (lykas de skyldpod) of yn it bêste gefal 'lykas de froask', mandeikagati, – ik doch alles om sels net maklik begrepen te wurden? – , en men

moat al fan herte tankber wêze foar de goede wil ta in bytsje ynterpretative skerpsinnigens. Mar wat 'de goede freonen' oanbelanget, dy't it altyd maklik ha wolle en krekt as freon tinke dat se dêr rjocht op ha: men docht der goed oan en romje foar har yn it foar in boarterstúntsje mei útgliidbaantsje fan it misferstân yn: – sa hat men noch wat om te laitsjen; – of skaf se hielendal ôf, dy goede freonen, – en laitsje allyk!

[28]

Wat him it minst fan 'e iene taal yn 'e oare oersetten lit, is it tempo fan har styl: sa't dy yn it aard fan it ras syn grûn hat, fysiologysk sprutsen, yn it trochsneed-tempo fan har 'stofwikseling'. Der binne goed bedoelde oersettingen dy't hast ferfalskingen binne, as ûnfrijwillige fulgarisaasjes fan it orizjineel, allinnich om't it dappere en fleurige tempo dêrfan, dat oer al it nuodliks yn dingen en wurden hinne springt, hinne helpt, net mei oerset wurde koe. Amperoan is de Dútser ta it presto yn syn taal by machte: en dus ek amperoan, kin men yn alle binlikens konkludearje, ta de ferdivedearjendste en drystmoedichste nuânses fan 'e frije, frijgeastlike tinzen. Likemin as er de biis en de sater kin, yn lea en gewisse, likemin kin er Aristofanes en Petronius oersetten. Al it steatlike, taaie, plechtich-plompe, alle langwilige en langtriedderige stylsjes ha har by de Dútsers rynsk ûntjûn, – ferjou my it feit dat sels Goethe syn proaza, yn syn mingeling fan stivens en sierlikens, gjin útsûndering is, as in spegelbyld fan 'e 'goeie âlde tiid' dêr't it yn thúsheart, en as útdrukking fan 'e Dútse smaak, yn 'e tiid dat der noch in 'Dútse smaak' wie: en dat wie in Rococo-smaak, in moribus en artibus (yn wenst en keunst). Lessing is in útsûndering, troch syn toanielspilarsaad, dat in protte wist en koe: hy, dy't net om

'e nocht de oersetter fan Bayle wie en graach flechte en it sel-skip fan Diderot en Voltaire en leaver noch dat fan Romeinske blijspuldichters opsocht: – Lessing hold ek kwa tempo fan 'e frijgeasterij, de flecht út Dútslân. Hoe soe de Dútse taal lykwols, sels yn it proaza fan in Lessing, it tempo fan Machiavelli neikomme kinne, dy't, yn syn 'Principe', de droege skerpe loft fan Florence waaie lit en der net foar kin en draach sels de earnstichste oangelegenheid yn in net te bedimjen alegrissimo foar: miskien net sûnder in kwea-aardich keunstnersfiellen oer hokker tsjinstelling as er weaget, – tinzen, lang, swier, hurd, nuodlik, en it tempo fan in galop en in poerbêst balstjurrich sin. Wa soe eins in Dútse oersetting fan Petroanius weagje meie, dy't, mear as hokker grut musikus ek, de master fan it presto west hat, yn fynsten, ynfallen, wurden – wat dogge alle sompen fan 'e sike slimme wrâld, ek de 'âlde wrâld', der by ein-sluten ta, as men, lykas hy, de fuotten fan 'e wyn hat, de krêft en azem, de befrijende hún fan in wyn dy't alles sûn makket, omdat er alles *drave* lit! En wat Aristofanes oanbelanget, dy ferhearlikjende, komplemintêre geast, om wille fan him skinkt men it hiele Griekedom *ferjouwing* foar dat it bestien hat, foar-opsteld dat men yn alle djipte begrepen hat *wat* dêr allegear ferjouwing, ferhearliking brek is: – sa wit ik net wat my oer *Plato* syn ferburgenens en sfynkse-aard mear dreame litten hat as dat lytse feit dat lokkigernôch oerlevere is: dat ûnder it hol-kjessen fan syn stjerbêd gjin 'bibel' fûn waard, neat Egyptysks, Pytagoreysks, Platoanysks, – mar Aristofanes. Hoe soe Plato it libben ek úthâlde kinnen ha – in Gryksk libben dêr't er nee tsjin sei, – sûnder in Aristofanes! –

It is de saak fan 'e alderlytste minderheid om ônfinklik te wêzen: – it is in foarrjocht fan 'e sterken. En wa't it besiket, ek mei de bêste rjochten dêrta, mar sûnder it te *moatten*, bewiist dêrmei dat er fan neisten net allinne sterk mar ek oant yn it útskroevene drystmoedich is. Hy bejout him yn in labyrint, hy fertûzenfâldiget de gefaren dy't it libben op himsels al yn hat; en dêrfan is net de minste dat gjinien mei eagen sjocht hoe't en wêr't er him fersint, feriensumet en stikje by bytsje fan ien of oare hoaleminotaurus fan it gewisse teskuord wurdt. Oannommen, sa'n ien giet te sink, dan bart soks sa fier fan it begryp fan 'e minsken ôf dat se fielle it net noch fielle se mei: – en hy kin net mear werom! Hy kin ek nei it meilijen fan 'e minsken net mear werom! –

Us heechste ynsichten sille – en moatte! – as dwaasheden, en bytiden as misdieden klinke, as beskate earen se ûnbedoeld te hearren krije, dy't dêrfoar net stimd en foarbestimd binne. It eksoatyske en it esotearyske, dat men eartiids ûnder filosofen ûnderskate, by Yndiërs en by Griken, Perzen en Muzelmanen, koartsein oeral dêr't men oan in rangoarder en *net* oan gelikensens en gelikense rjochten leaude, – dy twa binne net sasear te ûnderskieden trochdat de eksotearikus der bûten stiet en fan bûten ôf, net fan binnen út, sjocht, skat, mjit en oardielet: essinsjeler is dat er fan ûnderen ôf de dingen sjocht, – de esotearikus lykwols *fan boppen ôf*! Der binne hichten fan 'e siel, dat sels de trageedzje net langer tragysk wurket; en, nim alle sear fan 'e wrâld, wa soe úthâlde doare oft it sjen dêrfan *needwindich* krekt ta meilijen en dus ta ferdûbeling fan sear ferliede en twinge soe? ... Wat de hegere soarte fan minske krekt

brea en ferkwikking is, moat foar in hiel oare en mindere soarte minske skraachwurk gif wêze. De deugden fan gewoane minsken koene miskien foar in filosoof wol ûndeugd en swakten wêze; it koe sels wol sa wêze dat in hegere soarte fan minske, as er degenerearre en te sink gong, pas dêrtroch yn it besit kaam fan eigenskippen dat minsken yn 'e legere wrâld dêr't er yn del sonk, dan net oars koene as ferearje him tenei as in hillige. Der binne boeken, dy't foar siel en sûnens tsjinoersteld wurkje, neigeraden oft de mindere siel, de mindere libbenskrêft of krekt de hegere en machtiger siel har brûke: yn it foarste gefal binne it nuodlike, tebroazeljende, ûntbinende boeken, yn it oare gefal bazunen dy't de moedichsten ta *bar* moed omheech twinge. Allemansboeken binne altyd boeken mei in rookje: it rookje fan lytse minsken sit der oan. Dêr't it folk is en drinkt, sels dêr't it ferearet, dêr stjonkt it trochstrings. Men giet gjin tsjerke yn as men *skjinne* loft opsnuve wol. –

[31]

Men ferearet en ferachtet yn jins jonge jierren noch sûnder de keunst fan 'e nuânse, te besitten dy't it grutste winstpunt fan it libben is, en men moat der dan ek navenant hurd foar boetsje om minsken en dingen mei ja en nee oerfallen te hawwen. Alles is der op ynrjochte dat de minste fan alle smaken, de smaak foar it ûnkondisjonele, wreed narre en misbrûkt wurdt oant de minske it leart en meitsje in bytsje keunst fan syn fiellingen en besykje it leaver mei it keunstmjittige: lykas de echte libbenskeunstners dat dogge. It grimmitige en earbiedige dat de jongerein yn syn grip hat skynt himsels gjin lins te jaan ear't it minsken en dingen sa bot ferfalske hat dat it him der op útlibje kin: – jonkheid is op himsels al eat dat ferfalsket en ferrifelet. Letter, as de jonge siel,

troch ôfdijers en gjin ein tegnjirde, him lang om let erchtinkend tsjin himsels keart, noch hieltyd hjit en wyld, ek yn syn erchtinken syn gewissebyt: hoe lik makket er him dan, hy ferskuort himsels út ûngeduld, hy nimt wraak foar syn lange selsferblining, as soe it in opsetlike blinens west ha! Yn dy faze bestruft men jinsels, mei mistrouwen tsjin jins fiellingen; men folteret jins entûsjasme mei twifel, ja men fielt sels it goede gewisse as in gefaar, hast as in selsmiskening en ôftakjen fan 'e skerperere reedlikheid; en boppe alles kiest men partij *tsjin* 'de jonkheid'. – In jier of tsien letter: en men begrypt, dat ek dat allegear noch – de jonkheid wie!

[32]

Yn it grutste part fan 'e minsklike skiednis – dat de namme de prehistoaryske tiid krigen hat – waard de wearde of ûnwearde fan in hanneling út syn gefolgen ôflaat: de hanneling op himsels kaam likemin yn 'e beneamming as syn oarsprong, likernôch sa't hjoeddedei yn Sina noch hieltyd in fertsjinst of skande fan it bern op 'e âlden weromslacht, sa wie it ek de weromwurkjende krêft fan it sukses of it esjek, dat de minsken derta brocht en wês oer in hanneling goed of min te sprekken. Lit ús dat tiidrek it *foarmorele* tiidrek fan it minskdom neamme: de ymperatyf 'ken josels' wie doe noch net bekend. Yn 'e lêste tsien milenia dêr foar oer binne grutte parten fan 'e wrâld stap foar stap sa fier kommen en lit net mear de gefolgen mar de oarsprong fan in hanneling oer syn wearde beslisse: alles meiïoar in grut risseltaat, in wichtige ferfining fan eachweid en mjitstêf, de ûnbewuste neiwurking fan it bewâld fan aristokratyske noarmen en wearde en fan it leauwen yn 'oarsprong', it skaaimerik fan in tiidrek dat men yn ingere sin as it *morele* oantsjutte mei: dêrmei waard it earste writen nei selskennis dien. Yn plak fan 'e

gefolgen de oarsprong: wat in omkearing fan perspektiven! En wis in omkearing earst nei lange striid en wifkjen behelle! Mar ek: in needlottich nij byleauwe, in nuveraardige beheindens fan ynterpretaasje kaam dêrmei oan 'e macht: de oarsprong fan in hanneling waard redusjearre ta oarsprong út in *bedoeling*; alleman wie ienriedich yn it leauwe, dat de wearde fan in hanneling yn 'e wearde fan syn bedoeling leit. De bedoeling as de folsleine oarsprong en foarskiednis fan in hanneling: ûnder dat foaroardiel is oant benei de nijste tiid op ierde moreel priizge, ôfkard, oardiele en ek filosofearre. – Soene wy hjoed lykwols net op it punt oankommen wêze dat wy it nochris iens wurde moatte oer in omkearing en basisferskowing fan noarmen en wearde, troch in nije selsbesinning en ferdjipping fan 'e minske, – soene wy net op 'e drompel stean fan in tiidrek dat, negatyf, tenei as it *bûtenmorele* oantsjut wurde kin: hjoed, no't teminsten by ús ymmoralisten it fertinken opkomt, dat krekt yn dat, dat *net bedoeld* is oan in hanneling, syn beslissende wearde leit, en dat alle bedoelingen, alles dat oan har sjoen, witten, 'bewust' wurde kin, noch by har oerflak en feltsje heart, – dy't, lykas alle feltsjes, wat ferriedt mar noch mear *ferburgen* hâldt? Koartsein, wy leauwe dat de bedoeling net mear is as in teken en symptoom dat útlein wurde moat, en dêrby ek noch in teken dat in grut ferskaat en dus op himsels hast neat oantsjut, – dat moraal, yn 'e âlde betsjutting, dus bedoelingsmoraal, in foaroardiel west hat, in foarbarichheid, in foarriedichheid miskien, in ding dat yn deselde kategory falt as astrology en algemy, mar dat yn alle gefallen oerwûn wurde moat. De oerwinning fan 'e moraal: lit dat de namme foar dy lange geheime arbeid wêze, dy't foar de skerpste en reedlikste, ek de lilkaardichste konsjinsjes fan hoed, as libjende karstiennen fan 'e siel, weilein is. –

It is net te ferhelpen: men moat de fiellingen fan ûnderwurpenens, fan opoffering foar de meiminsken, de hiele selsferleageningsmoraal sûnder genede ta ferantwurdling roppe en foar it rjocht bringe: likegoed as de estetyk fan 'e 'belangeleaze oanskôging', dêr't de kastaasje fan 'e keunst it eigen gewisse leidich genôch mei besiket skjin te praten. Der sit fierstentefolle swiete tsjoen yn dat fiellen fan 'foar oaren', dat fiellen fan '*net foar my*', as dat it net nedich wêze soe en wês hjir dûbel sa wantrouwich en freegje: 'Binne it faaks net – *ferlokkingen?*' – Dat se *haagje* – dy, dy't se hat, en dy, dy't der de fruchten fan plôket, en dy, dy't allinnich mar taskôger is, ek – dat is noch gjin argumint *foar*, mar krekt in oantrún ta foarsichtigens. Dat lit ús foarsichtich wêze!

Hokker filosofysk stânpunt as men jin hjoeddedei ek op stelt: fan alle kanten út besjoen is it *waanaspect* fan 'e wrâld, dêr't wy yn tinke te libjen, it meast wisse en fêste dêr't ús each noch fet op krije kin: – wy fine dêr goede grûnen by de rûs foar, dy't ús ta fermoedens ferlokje oer in ferrifeljend prinsipe yn it 'wêzen fan 'e dingen'. Wa't lykwols ús tinken sels, dus 'de geast' foar de ûnwierheid fan 'e wrâld ferantwurdlik stelt – in earfolle útwei dy't eltse bewuste of ûnbewuste advocatus dei foar kar nimt – : wa't dizze wrâld, mei romte, tiid, stal, beweging, as ferkearde *konklúzje* opfettet: sa'n ien soe mear as genôch oanlieding ha en wês by einsluten tsjin alle tinken sels mistrouwich: soe dat ús net de alderraarste streek levere ha? En hokfoar garânsje is der dat it der net mei trochgiet en doch wat it altyd al dien hat? Yn alle serieuzens: de ûnskuld fan 'e tinker hat wat oandwaanliks,

dat earbied oanset, en dat him yn steat stelt en postearje him ek hjoeddedei noch foar it bewustwêzen mei it fersyk oft it him *earlike* antwurden jaan wol: bygelyks oft it ‘reeël’ is, en wêrom’t it eins de bûtenwrâld sa beret op in ôfstân hâldt, en soksoarte fragen mear. It leauwe yn ‘fuortendalikse wissichheden’ is in *morele* naïviteit, dy’t ús filosofen siert: mar – wy moatte no ienris net ‘*allinnich*’ mar *morele*’ minsken wêze! Bûten de moraal is dat leauwe in domheid, dy’t ús hielendal net siert! Yn it boargerlik libben mei it jimmeroan oanwêzige mistrouwen as teken fan in ‘min karakter’ jilde en dêrfandinne foar ûnpraktysk trochgean: hjir ûnder ús, oarekant de boargerlike wrâld en har ja’s en nee’s, – wat soe ús lette en wês ûnpraktysk en sis: de filosoof hat stadichoan *rjocht* op in ‘min karakter’, as it wêzen op ierde dat altyd it meast foar it lapke holden is, – hy hat hjoeddedei de *plicht* en wês mistrouwich, en gluoreagje alderlikkaardichst út alle ôfgrûnen fan it kweatinken. – Ferjou my it grapke mei dy swarte karikatuer en draai: want krekt iksels ha it al lang ferlyn leard en tink oars, oardielje oars oer it ferrifeljen en it ferrifele wurden en ik ha altyd in pear ribstompen klear foar de bline grime fan filosofen dy’t har der tsjin fersetse ferrifele te wurden. Wêrom *net*? It is net mear as in moreel foaroardiel dat de wierheid mear wurdich is as de skyn; it is sels de minst bewiisde ferûnderstelling dy’t der is. Men moat by jinsels ommers op syn minst tajaan: der soe hielendal gjin libben bestean, wie it net op grûn fan perspektivyske oardielen en skynberheden; en woene guon, mei de deugdsume besieling en knoffeligens fan mannich filosoof, de ‘skynbere wrâld’ hielendal ôfskaffe, no, stel *jim* koene dat, – dan bleau dêrby fan jim ‘wierheid’ beslist neat mear oer! Ja, wat twingt ús der überhaupt ta en nim oan dat der in wêzentlike tsjinstelling tusken ‘wier’ en ‘ûnwier’ bestiet? Is

it net genôch en nim gradaasjes fan skynberens oan en om it sa mar te sizzen ljochter en tsjusterder skaden en skakearringen fan 'e skyn, – ferskillende tinten, om yn skildertaal te praten? Wêrom soe de wrâld, *dy't ús wat oangiet* – , net in fiksje wêze meie? En wa't dan freget: 'Mar by de fiksje heart in skepper?' – soe men him net sljocht en rjocht anderje meie: *wêrom*? Heart dat 'heart' faaks ek net by de fiksje? Is it dan net tastien en wês sa njonkelytsen in bytsje iroanysk oer it subjekt lykas oer objekt en predikaat? Mei de filosoof him net boppe it leauwe yn 'e grammatika ferheffe? Alle achting foar de skoalmasters: mar is it net hast tiid dat de filosofy it skoalmastersleauwe farwol seit? –

[35]

Oh Voltaire! Oh humaniteit! Oh ûnsin! Mei de 'wierheid', mei it *sykjen* om 'e wierheid is it gjin goed spul; en as de minske it te minsklik docht – 'il ne cherche le vrai que pour faire le bien' – dan doar ik te wedzjen, hy fynt neat!

[36]

Stel dat oars neat as wurklik 'jûn' is as ús wrâld fan begearten en hertstochten, dat wy nei gjin oare 'wurklikheid' op of del kinne as dy fan ús oandriften – want it tinken is oars net as de ynteraksje tusken dy oandriften – : is it dan net tastien en probearje it en stel de fraach oft dat gegeven net *genôch* is, om mei datselde ek de saneamde meganyske (of 'materiële') wrâld te bedjipjen? Ik bedoel dat net as in mislieding, in 'skyn', in 'foarstelling' (yn 'e sin fan Berkeley en Schopenhauer), mar as eat fan deselde rang fan wurklikheid as ús affekt sels, – as in primitivere foarm fan 'e wrâld fan affekten, dêr't alles noch yn in machtige ienheid besletten leit, wat him dan yn it organyske proses útsprantelet en foarmet (ek,

fansels, ferweakket en ferswakket –), as in foech driftlibben dêr't de organyske funksjes, mei selsregulearring, assimilaasje, fieding, útskieding, stofwiksel, allegear syntetysk meiïnoar ferbûn binne, – as in *foarfoarm* fan it libben? – By einsluten is it net allinne tastien en probearje dat: it is, fan it gewisse fan 'e *metoade* út, in gebod. Net mear as ien soarte fan kausaliteit oannimme, salang't it writen om mei ien ta te kinnen net oan 'e uterste swette ta trochdrean is (– oan 'e ûnsin ta, mei permisje): dat is in moraal fan 'e *metoade*, dêr't men jin hjoeddedei net foar weiwine mei; – it folget 'út syn eigen definysje', lykas in wiskundige sizze soe. De fraach is by einsluten oft wy erkenne dat fan 'e wil *wurkingen* útgeane, oft wy yn 'e kausaliteit fan 'e wil leauwe: dogge wy dat – en yn essinsje is it leauwe dêryn itselde as it leauwen yn 'e kausaliteit sels –, dan *moatte* wy writen dwaan en ûnderstel hypotetysk dat wilksausaliteit de iennichste kausaliteit is. 'Wil' kin fansels allinne op 'wil' ynwurkje – en net op 'stoflike saken' (net op 'sinen' bygelyks –): genôch, men moat de hypoteze weagje oft net oeral dêr't 'wurkingen' obstrewearre wurde, wil op wil ynwurket – oft net al it meganyske barren, foarsafier oft dêr in krêft yn warber is, sels wilskrêft, wilswurking is. – Stel by eintsjebeslút dat it slagje soe en ferklearje ús hiele driftlibben as de foarming en útspranteling fan ien grûnfoarm fan 'e wil – nammentlik fan 'e wil ta macht, wat *myn* stelling is –; stel dat jo alle organyske funksjes ta dy wil ta macht werombringe koene en fyn dêryn ek de oplossing fan it probleem fan fuortplanting en fieding – it is ien probleem –, dan hiene jo it rjocht krigen en beflap *alle* wurkjende krêften ûndûbelsinnich ûnder ien namme: *de wil ta macht*. De wrâld fan binnen sjoen, de wrâld op har 'begryplik aard' determinearre en beskreaun – dy soe 'wil ta macht' wêze en oars neat. –

[37]

‘Wat? Betsjut dat net, popularisearre: God is wjerlein, mar de deale net –?’ Krekt oarsom! Krekt oarsom, myn freonen! En, wat deale ek, wa twingt jim derta en popularisearje?

[38]

Lykas it okkerlêsten noch, yn alle glâns en blâns fan ’e moderne tiid, mei de Frânske revolúsje gongen is, dy skriklike, en fan tichtby besjoen, oerstallige klucht, dêr’t de nommele en dweperige taskôgers fan hiele Europa lykwols út ’e fierte wei sa lang en sa fanatyk har eigen argewaasje en geastdriften yn lêzen ha, *oant de tekst ûnder de lêzing weiward*: sa koe in nommel neiteam nochris it hiele ferline misbegripe en meitsje it oansjen derfan pas dêrtroch fernearber. – Of leaver: is dat net al bard? Wiene wy sels net – dat ‘nommele neiteam’? En is it net krekt, foar safier’t wy dat begripe, – foarby?

[39]

Gjinien sil al te gau in lear, allinne om’t er lokkich makket, of deugdsum makket, krekt dêrom as wier beskôgje: útsein miskien de brave ‘idealisten’, dy’t mei it goede, wiere, moaie dwepe en yn har fiver allerhanne bûnte, plompe en goedmoedige winskberheden trochinoar swimme litte. Lok en deugd binne gjin arguminten. Men ferjit lykwols graach, ek fan ’e kant fan betochtsumer geasten, dat ûngelokkich-meitsje en lilck-meitsje likemin tsjinarguminten binne. In ding kin wier wêze: ek al soe it yn it alderekstroomste skealik en faai wêze; ja, it koe sels by de grûngesteldheid fan it bestean hearre dat men troch it folseine witten dêrfan te sink giet, – en dat men de sterkens fan in geast ôfmjitte kin oan hoefolle ‘wierheid’ as er noch úthâldt,

dúdliker sein, yn hoe fier as er it *nedich hat* en meitsje de wierheid tinner, swieter, dommer, falsker. Der hoecht lykwols gjin twifel te bestean dat foar de ûntdekking fan beskate *parten* fan 'e wierheid kwea folk en ûngelokkich folk better begeunstige is en in gruttere kâns fan slagjen hat: om it mar net te hawwen oer kwea folk dat lokkich is, – in soarte dy't troch de moralisten nea neamd wurdt. Miskien dat hurdens en mûklist geunstiger betingsten skeppe foar it ûntstean fan 'e sterke, ûnôfhinklike geast en filosoof, as dy sêfte, subtile, tajouske goedaardigens en keunst fan it-net-te-swier-opnimmen, dy't men yn in gelearde wurdearret en mei rjocht en reden. Foaropsteld, en dat komt foarst, dat men it begryp 'filosoof' net beheint ta de filosoof dy't inkeld boeken skriuwt – of sels *syn* filosofy yn boeken ûnderbringt! – In lêste trek fan it byld fan 'e frijgeast-filosoof draach Stendhal oan, dy't ik spesjaal omwille fan 'e Dútse smaak ûnderstreekje: – want dy giet *tsjin* 'e Dútse smaak yn. 'Pour être bon philosophe', seit dy lêste grutte psycholooch, 'il faut être sec, clair, sans illusion. Un banquier, qui a fait fortune, a une partie du caractère requis pour faire des découvertes en philosophie, c'est-à-dire pour voir clair dans ce qui est.' ('Om in goede filosoof te wêzen', seit dy lêste grutte psycholooch, 'moat men droech wêze, skerp, sûnder yllúzje. In bankier dy't syn fortún makke hat, hat ta in hichte it karakter dat nedich is om ûntdekkingen yn 'e filosofy te dwaan, dat wol sizze, om skerp te sjen yn wat is.').

[40]

Alles wat djip is hâldt fan it masker; de alderdjipste dingen haatsje sels byld en likenis. Soe net earst de *tsjinstelling* in paslik ferklaaierspak wêze dêr't de skamte fan in god him yn

beweecht? In betinklike fraach: it soe nuver wêze as iene of oare mystikus him der al net ris oan weage hie. Der binne barrens sa tear dat men der goed oan docht en bedobje se ûnder bottens en meitsje se ûnwerkenber; der binne hannelingen fan leafde en fan in bûtenwenstige grutmoedichheid, en dêrnei is der gjin bettere rekommandaasje as nim in stôk en seamje de tsjûge ôf: dêr betizet men syn ûnthâld mei. Mear as ien is der handich yn en betiizje it eigen ûnthâld en mishannelje it, en nim sa teminsten wraak op 'e iennichste dy't der fan wit: – skamte is ynventyf. It binne net de slimste dingen dêr't men jin it slimst foar skammet: der sit net inkel glûpsklist efter in masker, – der is safolle goeds yn 'e list. Ik soe my yntinke kinne dat in minske dy't wat kostbers en kwetsbers te hoedzjen hat, bot en rûn as in grien âld swierbeslein wynfet troch it libben rôlet: de delikatens fan syn skamte wol it sa. In minske dy't djippe yn 'e skamte hat moetet ek syn lotsbarrens en teare besluten op paden dêr't net folle ea hinne slagje, en dêr't syn nêsten en trousten net fan witte meie: syn libbensgefaar ferberget him foar har eagen, allyksa de libbenswissens dy't er him werom wûn hat. Sa'n ferburgene dy't ynstinktyf it praten brûkt om te swijen en te ferswijen en mei ûnútputlike útflechten alle fragen omsylt, *wol* it en fiteret oan dat der in maskerman op syn plak yn 'e herten en hollen fan syn freonen omstapt; en stel, hy wol it net, dan sille him op in dei de eagen iepen gean en sjocht er dat der dochs in masker fan him bestiet, – en dat it sa goed is. Alle djippe geasten ha in masker nedich: mear noch, om alle djippe geasten waakst hieltyd in masker hinne, troch de hieltyd ynkorrekte, want *oerflakkige* útlis fan al syn wurden, syn stappen, syn libbenstekens. –

Men moat jinsels teste en bewize dat men foar de ûnôfhinklikheid en it gebieden ornearre is; en dat op it rjochte stuit. Men moat jins testen net út 'e wei gean, hoewol't se faaks it faaiste spultsje binne dat men spylje kin, en by einsluten net mear binne as testen dy't foar ússels as tsjûgen en foar gjin oare rjochter ôflein wurde. Net oan in persoan hingjen bliuwe: ek al is it de dierberste, – alle persoanen binne finzenissen, en skûlherntsjes ek. Net oan in heitelân hingjen bliuwe: ek al ligt it alderferskuorrendst en is it help mear as nedich, – it is al minder dreech en meitsje jin los fan in winnend heitelân. Net oan in begrutsjen hingjen bliuwe: gou it ek hegere minsken dy har martlerskip en helpleazens wy tafallich te sjen krigen ha. Net oan in wittenskip hingjen bliuwe: al lokket dy ek mei de kostberste, sabeare foar ús opsparre fynsten. Net oan jins eigen losmeitsjen hingjen bliuwe, oan dy gleone fierte en frjemdens fan 'e fûgel dy't hieltyd fierder de hichte yn fleant om ûnder him hieltyd mear te sjen: – dat is fleandersfaaiens. Net oan ús eigen deugden hingjen bliuwe en net as gehiel it offer fan ien fan ús bysûnderheden wurde, bygelyks ús 'gastfrijheid': dat is de faaiste faaiens by heechsteande en rike sielen, dy't rij, hast ûnferskillich mei harsels omgeane en de deugd fan 'e gollens oant yn 'e ûndeugd ta oerdriuwe. Men moat *jinsels bewarje* kinne: dat is de bêste ûnôfhinklikheidstest.

In nij soarte fan filosofen komt op: ik weagje it en doop har mei in net ûnfaaie namme. Nei wat ik fan har riede kin, nei wat se sels riede litte – want it heart by har aard dat se in foech riedsel bliuwe *wolle* – , soene dy filosofen fan 'e takomst in rjocht, faaks in ûnrjocht ek, derop ha en wurd as *probearders* oantsjut. Dy

namme is by einsluten allinnich in probearsel, en, as jo wolle, in ferlieding.

[43]

Binne it nije freonen fan 'e 'wierheid', dy filosofen op kommendeweis? Dat sil 't wol: want alle filosofen holden oan no ta fan har wierheden. Mar moai wis ek dat it gjin dogmatisy binne. It soe har grutskens knieze, en har smaak ek, as har wierheid mar in wierheid foar alleman wie: wat oan no ta geheime winsk en efterlizzend doel fan al it dogmatysk krewearjen wie. 'Myn oardiel is *myn* oardiel: dêr hat in oar net samar rjocht op', seit miskien sa'n filosoof fan 'e takomst. Men moat de minne smaak kwytwurde dy't it mei in protte lykfine wol. 'Goed' is net mear goed as buorman it wurd yn 'e mûle nimt. En hoe koe der ea in 'mienskiplik goed' wêze! It wurd sprekt himsels tsjin: wat mienskiplik wêze kin, hat altyd mar in bytsje wearde. By einsluten moat it sa wêze as it is en altyd al west hat: de grutte dingen binne foar de grutten, de ôfgrûnen foar de djippen, de sêftheden en huveringen foar de fynfielligen, en, koart en goed, al it seldsume foar de seldsumen. –

[44]

Moat ik nei dat alles noch sizze dat hja ek frije, *tige* frije geasten wêze sille, dy filosofen fan 'e takomst, – en dat it like wis is dat se net allinne frije geasten wêze sille, mar mear as dat, heger, grutter en essinsjeel-oars, eat dat gjin ûnwittendheid of betizing oer himsels wol. Mar wylst ik dat sis, fiel ik dat ik hast likegoed oan harren sels as oan ús, har herauten en foarrinners, wy frije geasten! – *ferskuldige* bin, en romje in âld dom foaroardiel en misferstân út 'e wei, dat al te lang as in dize it begryp 'frije geast'

ûntrochsichtich makke hat. Yn alle lannen fan Europa en ek yn Amearika is der no eat dat dy namme misbrûkt, in tige twange, benypte, yn keatlingen sleine soarte fan geasten, dy't likernôch it tsjinoerstelde wolle fan wat yn ús bedoelingen en ynstinkten leit, – om it mar net te hawwen oer dat se foar dy opkommende *nije* filosofen krekt goed tamakke finsters en teskoattele doarren wêze moatte. Hja hearre, koart en min, by de *nivellearders*, dy ferkeard beneamde 'frije geasten' – as mûlripe en skriuwgrage slaven fan 'e demokratyske smaak en syn 'moderne ideeën': allegear minsken sûnder iensumens, sûnder eigen iensumens, plompe brave minsken dy't men moed noch achtbere sede ûntsizze kin, mar dy't no ienris ûnfrij en om te laitsjen sa oerflakkich binne, fral mei har basale oanstriid en sjoch yn 'e struktuer fan 'e âlde maatskippij sa likernôch de oarsaak fan *al* it minsklik lijen en mislearjen: en dêrby komt de wierheid moai op 'e kop te stean! Wat se út alle macht bestribje woene, is it miene griene greidelok fan 'e keppel, mei wissens, feiligens, wolbehagen, ferlichting fan it libben foar alleman; de twa plaatsjes dy't se it meast griis draaid ha hjitte 'gelikense rjochten' en 'meifelle mei alles dat lijt', – en it lijen sels hâlde se foar wat dat *ôfskift* wurde moat. Wy tsjinoerstelden, dy't *each* en gewisse iepene ha foar de fraach wêr en hoe as de plant 'minske' oan no ta it bêst yn 'e hichte opwaakst is, miene dat soks alle kearen ûnder tsjinoerstelde betingsten plakhân hat, dat dêrfoar de ûnfeiligens fan syn sitewaasje earst yn it ûnhuere waakse, syn fernimstigens en simulearringskrêft (syn 'geast' –) ûnder lange druk en twang har yn it fyn-ynleine en drystmoedige ûntjaan, syn libbenswil ta betingstleaze machtswil opfierd wurde moast: – wy miene dat hurdens, geweld, slavernij, ûnfeiligens op strjitte en yn it hert, ferburgenens, stoïsisme, ferliederskeunst en allerhanne dealske streken, dat al it kweade,

frezelike, tirannike, rôfdier- en slanggelikense oan 'e minske likegoed de ferheging fan 'e soarte 'minske' tsjinnet as it tsjin-oerstelde: – wy sizze sels net iens genôch as wy dat allinne mar sizze, en befine ús yn alle gefallen, mei ús praten en swijen op dit plak, oan 'e OARE ein fan alle moderne ideology en keppelwinkberens: as har antypoaden miskien? Is it dan in wûnder dat wy 'frije geasten' net daalks de fertelsumste geasten binne? Dat wy net yn alle opsichten de winsk ha en fertel *wêr't* in geast him frij fan meitsje kin en *wêr't* er dan faaks hinne dreaun wurdt? En wat der mei de faaie formule 'oarekant goed en kwea' anneks is, dêr't wy ús teminsten foar ferwikseling mei behoedzje: wy *binne* wat oars as 'libre-penseurs', 'liberi pensatori', 'frijtinkers' en hoe't al dy brave foarsprekkers fan 'e 'moderne ideeën' har fierder ek mar neamme wolle. Yn in protte lannen fan 'e geast thús, op syn minst te gast west: oan dompe smûke herntsjes hieltyd wer ûntsnapt, dêr't foarleafde en foarhaat, jonkheid, ôfkomst, it tafal fan minsken en boeken, of sels de wurgens fan it swalkersbestean ús oan bannen skynden te lizzen; ien en al grime tsjin 'e lokmiddels fan 'e ôfthinklikheid, dy't yn eare, of jild, of ambten, of sinlike geastdriften ferburgen lizze; sels need en sike rite tankber, om't dy ús altyd fan ien of oare regel en syn 'foaroardiel' losmakke, God, duvel, skiep en wjirm yn ús tankber, nijsgjirrich by it ûnfatsoenlike om't ôf, ûndersiker by it wrede om't ôf, mei ûnbeswierre fingers foar it ûngrypbere, mei tosk en magen foar it ûnfertarberste, ree ta alle hânwurk dat skerpsinnigens en skerpe sintugen ferget, ta alle weachstikken ree, tanksij in oerfloed oan 'frije wil', mei foar- en eftersielen dêr't nimmen maklik de lêste bedoelingen fan sjocht, mei foar- en eftergrûnen dy't gjin foet te'n ein rinne kin, ferburgenen ûnder mantels fan ljocht, feroverers ek al lykje wy op erfgenamten en

trochbringers, oarderers en samlers fan moarns ier oant jûns let, neperts mei ús rykdom en ús folstoppe winkelladen, sparsum yn it learen en ferjitten, kreatyf mei skema's, bytiden grutsk op tabellen mei kategoryen, bytiden pedanten, bytiden nachtûlen fan it wurk ek op klearljochte dei; ja, byneed sels fûgelskrikken, – en hjoeddedei is it nedich: nammentlik yn sa fier as wy de oergeunstige sibbe freonen fan 'e *iensumens* binne, ús eigen djipste middernachtlike, middeiske *iensumens*: – soksoartige minsken binne wy, wy frije geasten! En miskien binne *jim* dat ek in bytsje, *jim* dy't op kommendeweis binne? Jimme, *nije* filosofen? –

Tredde haadstik

IT RELIGIEUZE AARD

[45]

De minsklike siel en har grinzen, de oan no ta überhaupt berikete omfang fan minsklike ynderlike ûnderfiningen, de hichten, djipten en fierten fan dy ûnderfiningen, de hiele skiednis fan 'e siel *oan no ta* en har noch net útprobearre mooglikheden: dat is foar in yngreveene psycholooch en freon fan 'e 'grutte jacht' it foarbestimde jachtgebiet. Mar hoe faak freget er him yn fertwifeling ôf: 'Ien mar! Och net mear as ien mar! En dan dat grutte wâld en oerwâld!' En sa winsket er him in stik twa trijehûndert jachthelpers en yn finesses betûfte gelearde speurhûnen, dy't er de skiednis fan 'e minsklike siel yn stjoere kin om dêr *syn* wyld gear te driuwen. Fergees: hy fernimt hieltyd wer, djip en bitter, hoe min as krekt by alle dingen dy't syn nijsgjirrigens geande meitsje helpers en hûnen te finen binne. De wantastân kreëarre troch wa't gelearden nije en faaie jachtgebieten ynstjoert, dêr't moed, tûkens en it oanfiellen fan finesses yn alle betsjuttingen fan it wurd nedich binne, sit him deryn dat hja dêr no krekt net mear te brûken binne, dêr't de 'grutte jacht' mar ek it grutte faaistean begjint: – dêr ferlieze se no krekt har speurderseach en har speurdersnoas. Om bygelyks te rieden en fêst te stellen hokfoar skiednis as it probleem fan *witten en gewisse* yn 'e siel fan

'e homines religiosi hân hat, moat immen faaks sels sa djip, sa ferwûne, sa kolossaal wêze as it yntellektuele gewisse fan Pascal wie: – en dan soe men noch altyd dy strakke himel fan grille, kwea-aardige geastlikens nedich ha, dy't by steat is om fan boppen ôf dat wrimel-wramel fan faaie en pynlike ûnderfiningen te oersjen, te oarderjen, yn formules te twingen. – Mar wa soe my dy tsjinst bewize! Mar wa soe it oan tiid ha en wachtsje op sokke tsjanners! – se waakse blykber net by de rûs, se binne yn alle tiden sa ûnwierskynlik! Op it lêst moat men alles *sels* dwaan, om sels eat te witten: dat wol sizze, men hat in *soad* te dwaan! – Mar in nijsgjirrigens fan myn soart bliuwt no ienkear de noflikste fan alle ûndeugden, – ekskús! ik bedoelde te sizzen: de leafde ta de wierheid kriget syn lean yn 'e himel en hjir op ierde al. –

[46]

It leauwe dêr't it earste kristendom op út woe en net selden ta slagge, temidden fan in skeptyske en súdlik-frijgeastlike wrâld, dy't in ieuwen lange striid fan filosofyske skoallen efter him en yn him hie, en dêrby meirekkene it oanlearen fan 'e tolerânsje, dêr't it Imperium Romanum foar soarge – dat leauwe is *net* dat trouhertige en grommich ûnderdieneleauwe, dêr't bygelyks in Luther of in Cromwell of in oare noardlike barbaar fan 'e geast mei oan har God en kristendom hongen; it is earder it leauwe fan Pascal, dat op in skriklike manier in langtriedderige selsmoard fan it ferstân beliket, – in taai, lang libjend, wjirmeftich ferstân dat net mei ien klap of fyk dea te meitsjen is. It kristlike leauwe is fan it begjin ôf oan opoffering: opoffering fan alle frijheid, alle grutskens, alle selswissens fan 'e geast; tagelyk it lytsmeitsjen en it húnjen, it skeinen fan jinsels. Der sit wredens en religieus fenisisme (offersucht) yn dat leauwe, dêr't

in murf, kompleks en tige bedoarn gewisse op ferge wurdt: it ferûnderstelt dat de ûnderwerping fan 'e geast in *sear docht* dat mei gjin pinne te beskriuwen is, dat hiele skiednis en oanwenst fan sa'n geast him tsjin it absurdissimum te war stelt, dat him as it 'leauwe' yn 'e mjitte komt. De moderne minsken, ôfstompt fan alle kristlike nomenklatuer, fielle de ûnhuere superlatyf net mear, dy't foar in antike smaak besletten lei yn 'e formule 'God oan it krús'. Der hat oan no ta noch nea en nearne in likense drystmoedigens yn 'e omkearing west, eat dat like kjel makket, likefolle betwivelet en likefolle te betwiveljen is as dy formule: dy ûnthiet in omkearing fan alle antike wearden. – It is de oriïnt, de *djippe* oriïnt, it is de oriïntaalske slaaf dy't sa op Rome en syn foarname en frivoale tolerânsje, op it Roomske 'katolisisme' fan it leauwen wraak naam: – en hieltyd wie it net it leauwe, mar de frijheid fan leauwe, dy heal stoiske en laitsjende soargeleazens fan 'e hearen om 'e earnst fan it leauwe, dy't de slaven kwetste en opstannich makke. De 'ferljochting' kwetst en makket opstannich: want de slaaf wol it ûnkondysjonele, hy begrypt allinnich it tirannike, ek yn 'e moraal, hy leavet sa't er hatet, sûnder nuânse, oant yn it djippe, yn it seare, yn it sike, – syn mannichfâldich *ferburgen* lijen wurdt kwetst troch de foarname smaak, dy't it lijen skynt *te ûntkennen*. De skepsis tsjin it lijen, yn essinsje inkel in poaze fan 'e aristokratyske moraal, is net yn it lêste plak ek mandêlich oan it ûntstean fan 'e lêste grutte slaveopstân, dy't mei de Frânske revolúsje út ein set is.

[47]

Wêr't op ierde de religieuze neuroaze foar it ljocht komt, fine wy har ferknotte mei trije nuodlike dieet-feroanderingen: iensumens, fêstjen en slachtlke ûnthâlding, – mar sûnder dat mei

wissens te beslissen is, wat dêr oarsaak, wat gefolch is, en *oft* dêr eins wol in ferhâlding fan oarsaak en gefolch fan tapassing is. Dat lêste punt fan twifel fynt stipe yn dat ien fan har regelmjittichste symptomen, by wylde likegoed as by nuete folken, in hommelse ûnberoaide gleonens is, dy't dan, like hommels, yn boetkramp en wrâld- en wilsûntkenning omslacht: beide faaks as maskearre epilepsy te ynterpretearjen? Mar nearne kin men jin mar better fan ynterpretaasje ûnthâlde as hjir: gjin oar type is oan no ta sa'n mannichfâldigens fan ûnsin en byleauwe omhinne opkommen, nimmen skynt de minsken, sels de filosofen, mear ynteresseare te hawwen, – it wurdt tiid en wês krekt op dat punt in bytsje kâld, en lear foarsichtich te wêzen, en better noch: sjoch yn oarewei, *gean yn oarewei*. – Noch op 'e eftergrûn fan 'e resintste filosofy, dy fan Schopenhauer, stiet, hast as it probleem op himsels, dat kolossale fraachteken fan 'e religieuze krisis en bekearing. Hoe is wilsûntkenning *mooglik*? Hoe is de hillige mooglik? – dat skynt wier de fraach west te hawwen, dêr't Schopenhauer filosoof by waard en mei begûn. En sa wie it in wier Schopenhauerske konsekwiensje dat syn meast oertsjûge oanhinger (miskien ek syn lêste, wat Dútslân oanbelanget –), nammentlik Richard Wagner, syn eigen libbenswurk krekt op dat punt folteach en dat skriklike en ivige type by einsluten as Kundry op it toaniel brocht, type vécu, fan top ta teil; yn deselde tiid dat de gekkedokters fan hast alle Europeeske lannen in kâns hiene en bestudearje him fan tichtby, oeral dêr't de religieuze neuroaze – of lykas ik it neam 'it religieuze aard' – as 'heilsleger' yn syn lêste epidemyske oanfal útbrekt en optsjocht. – Freget men jin lykwols ôf wat no eins minsken fan alle soarten en tiden, ek de filosofen, oan it hiele fenomeen fan 'e hillige sa troch alles hinne fasinearre: dan is it

sûnder mis de him oanklibjende oanskyn fan it wûnder, dat is de hommelse *opienfolging fan tsjinstellingen*, fan tastannen fan 'e siel mei moreel tsjinoerstelde wurdearringen: de minsken leauden dat se dêr yn it echt seagen hoe't in 'ferkearden ien' op slach yn in hillige, in goed minske feroare. De doetiidske psychology sloech op dat plak brek: soe dat net fral west ha om't de psychology him ûnder it bewâld fan 'e moraal steld hie, om't se yn 'e morele wearde-tsjinstellingen *leaude*, en dy tsjinstellingen yn 'e tekst *en* de feiten seach, lies, *projektearre?* – Wat? It 'wûnder' allinne mar in ynterpretaasjeflater? In brek oan filology? –

[48]

It liket derop dat it katolisisme de Latynske rassen ynderlik folle mear hiem is, as ús noardlingen it hiele kristendom: en dat ûnleauwe yn katolike lannen dus hiel wat oars te betsjutten hat as yn protestantske – nammentlik in soarte fan revolte tsjin 'e geast fan it ras, wylst it by ús earder in weromkear nei de geast (of ûngeast –) fan it ras is. Wy noardlingen stamme sûnder mis ôf fan rassen fan barbaren, ek wat ús oanlis foar religy oanbelanget: wy binne der *net goed* yn. Men mei foar de Kelten in útsûndering meitsje, dy't dêrom ek de bêste boaiem foar it oprinnen fan 'e kristlike ynfeksje opsmieten – yn Frankryk kaam it kristlike ideaal, foar safier as de bleke sinne fan it noarden it tastie, yn grutte bloei. Hoe nuveraardich from binne nefens ús smaak sels dy lêste Frânske skeptisy noch, foar safier't se fan Keltysk bloed en komôf binne! Hoe katolyk, hoe ûnDúts docht Auguste Comte syn sosjology ús oan mei syn roomske logika fan 'e ynstinkten! Hoe jezuïtysk dy leave en tûke gids fan Port-Royal, Sainte-Beuve, al hoe fijannich as er ek tsjin jezuïten docht! En Ernst Renan al hielendal: hoe ûntagonklik klinkt ús

noardlingen de taal fan sa'n Renan yn 'e earen, alle stuiten hellet ien of oar neat fan religieuze spanning syn subtyl-gleoninge en himsels noflik bêdzjende siel út it lykwicht! Sis him ienris dy moaie sin nei, – en hokfoar kwea-aardichheid en oermoed wâlet hommels yn ús fan neisten minder moaie en hurdere, want Dútse, siel as andert op! – 'disons donc hardiment que la religion est un produit de l'homme normal, que l'homme est le plus dans le vrai quand il est le plus religieux et le plus assuré d'une destinée infinie ... C'est quand il est bon qu'il veut que la vertu corresponde à un ordre éternel, c'est quand il contemple les choses d'une manière désintéressée qu'il trouve la mort révoltante et absurde. Comment ne pas supposer que c'est dans ces moments-là, que l'homme voit le mieux?...' (dat lit ús stoefwei sizze dat de religy it produkt fan 'e normale minske is, dat de minske op syn wierst is as er op syn religieust is en it meast wis fan in ûneinige lotsbestimming ... It is as er goed is dat er wol dat de deugd oerien komt mei in ivige oarder, it is as er de dingen sûnder eigenbelang beskôget dat er de dea wearzich en absurd fynt. Hoe kin men oars tinke as dat it op sokke stuiten is dat de minske it goede wol ...' Dy sinnen binne myn earen en wensten sa *antypoadysk*, dat ik, doe't ik se lies, der yn myn earste grime nêst skreau 'la niaiserie religieuse par excellence!' (de religieuze gekheid by útstek) – oant se myn lêste grime sels noch dierber waarden, dy sinnen mei de wierheid op 'e kop! It is sa'n swiete eare en haw jins eigen antypoaden!

[49]

Dat wat oan 'e religieuzens fan 'e âlde Griken ferbjusteret is de ûnberonge oerfloed fan tankberens dy't fan har útgiet: – it is in bare foarname soarte fan minske dy't *sa* yn 'e natuer en it libben

stiet! – Letter, as de kliber yn Grikelân de oerhân kriget, sjit de *freze* ek yn 'e religy troch; en it kristendom makke him ree. –

[50]

Hertstocht foar God: der binne boerske, trouhertige en opkringerige soarten, lykas dy fan Luther, – it hiele protestantisme is de súdlike fynfielligens brek. Of der is in oriïntaalsk bûten jinsels wêzen, as by in slaaf dy't sûnder fertsjinste begenedige wurdt of hegerop mei, lykas Augustinus dy't op misledigjende wize alle foarnamens fan hâlding en begearten brek is. Of der is in froulike sêftens en begear, dy't ferlegen en nayf in unio mystica et fysica bestribbet: lykas by Madame de Guyon. Yn in protte gefallen ferskynt se wûnderlik genôch ûnder it mom fan 'e puberteit fan in famke of jongfeint; hjir en dêr sels as de hysteary fan in âld frijster, as har lêste ambysje ek: – de tsjerke hat de frou yn dy gefallen al mear as ienris hillich ferklearre.

[51]

Oan no ta bûgden de machtichste minsken noch hieltyd út eare foar de hillige, as foar it riedsel fan selsbetwang en fan it opsetlike, bombiedige lijen: wêrom bûgden se? Hja hiene it fermoeden dat yn him – en allyksa efter it fraachteken fan syn breklik en jammerdearlik oansjen – in superieure krêft stike dy't himsels mei sok in selsbetwang hifkje woe, in sterkens fan wil, dêr't se de eigen sterkens en hearskersnocht yn werkoene en wisten te earjen: se earen wat yn harsels as se de hillige earen. Dêr kaam by dat it oansjen fan 'e hillige har erchtinkend makke: sa'n ûnbidige selsferleagening en tsjinnatuerlikens sil er net om 'e nocht op út wêze, seine se en fregen se harsels fernuvere ôf. Faaks is der in reden foar, in hiel grut gefaar dêr't de askeet,

troch syn geheime besikers dy't tsjin him prate, mear fan ôf witte soe? Genôch, de machtigen fan 'e wrâld learden fan him in nije freze, hja krigen aan fan in nije macht, in frjemde noch net betwongene fijân: – de 'wil ta macht' wie it dy't har noege en bliuw foar de hillige stean. Hja moasten him freegje. –

[52]

Yn it Joadske 'Alde Testamint', it boek fan 'e godlike rjochtfear-dichheid, binne der minsken, dingen en wurden yn sa'n grutte styl dat de Grykske en Yndyske skriften der neat foar oer sette kinne. Men stiet kjel en earbiedich stil by de kolossale oerbliuw-sels fan wat de minske ienris wie, en sil dêrby oer it âlde Azië en syn foarútskade skiereilân Europa, dat perfoarst foar Azië oer de 'foarútgong fan it minskdom' betsjutte wol, syn tryste tinzen ha. Mar goed: wa't sels mar in slap, nuet húsdier is en inkel húsdierferlet ken (lykas ús beskaafde minsken fan hjoed, de kristenen fan it 'beskaafde' kristendom ynbegrepen –), dy hoecht by dy ruïnes noch fernuvere noch tryst te wêzen – de smaak foar it Alde Testamint is in toetsstien foar 'grut' en 'lyts' – : miskien dat sa'nien it Nije Testamint, it boek fan 'e genede, noch hieltyd mear oan it hert giet (dêr sit in protte fan 'e echte, sêftige, dompe, bidbruerre- en lytse-siele-stank yn). Dat Nije Testamint, in soarte rokoko fan 'e smaak yn alle opsichten, mei it Alde Testamint yn ien boek gearplakt as 'Bibel', as 'boek fan boeken': dat is miskien de grutste drystmoedichheid en 'sûnde tsjin 'e geast', dy't it literêre Europa op 'e konsjinsje hat.

[53]

Wêrom hjoeddedei ateïsme? – 'De heit' yn God is troch ende wer troch wjerlein, allyksa 'de rjochter', 'de beleanner'. Allyksa

syn 'frije wil': hy harket net, – en as er harke, wist er doch net te helpen. It slimste is: hy skynt net by steat kleare taal te sprekken: is er ûndúdlik? – Dat is it wat ik as oarsaken foar de delgong fan it Europeeske teïsme út mannich petear, freegjend, harkjend, opmakke ha; it liket my ta, dat ek al waakst it religieuze ynstinkt machtiger oan, – dat it krekt de teïstyske befrediging yn djip mistrouwen ôfwiist.

[54]

Want wat docht de hiele nijere filosofy yn essinsje? Sûnt Descartes – en eins mear út dwersens tsjin him as yn neifolging fan him – dogge alle filosofen in oanfal op it âlde sielbegryp, ûnder it mom fan in krityk op it subjekt- en predikaatbegryp – dat wol sizze: in oanfal op 'e essinsjele foarûnderstelling fan 'e kristlike lear. De nijere filosofy, as in kennisteoretyske skepsis, is, ferburgen of iepen, *antykristlik*: hoewol, en dat yn subtilere earen lústere, út noch yn net antyreligieus. Want doedestiids waard yn 'de siele' leaud lykas yn 'e grammatika en yn it grammatikale subjekt leaud waard: der waard sein, 'ik' is betingst, 'tink' is predikaat en in betingst brek – tinke is in aktiviteit dêr't it subjekt as oarsaak by tocht wurde MOAT. Doe waard besocht, mei in te bewûnderjen stegens en fernimstigens, oft út dat tizelnet ûntsnapt wurde koe, – oft net faaks it tsjinoerstelde wier wêze soe: 'tinke' betingst, 'ik' in betingst brek; dus 'ik' in synteze dy't pas troch it tinken sels *makke* wurdt. Kant woe winlik bewize dat it subjekt net fan it subjekt út bewiisd wurde koe, – it objekt ek net: de mooglikheid fan in *skynbestean* fan it subjekt, dus fan 'de siele', kin hem net altyd frjemd west ha, dat idee dat as Vedanta-filosofy al ris earder en mei ûnbidige macht op ierde taholden hat.

Der is in grutte ljedder fan religieuze wredens, mei in protte triemmen; mar trije dêrfan binne de wichtichsten. Ea offeren de lju minsken oan har God, faaks krekt dyjingen dêr't se it meast fan holden, – dêrby heart it offerjen fan 'e earstberne yn alle religys út 'e oertiid, dêrby ek it offer fan keizer Tiberius yn 'e Mitrasgrot op it eilân Capri, dat alderferskriklikste Romeinske anagronisme. Dêrnei, yn it morele tiidrek fan it minskdom, offeren de lju oan har God de sterkste ynstinkten dy't se hiene, har 'natuer'; *dy* feestwille ljochtet yn 'e wrede eachopslach fan 'e askeet, de 'tsjinnatuerlike' fol fjoer. By einsluten: wat bleau der oer om te offerjen? Moat men by einsluten net ris alles dat treastget, hillich is, hielet, alle hope, alle leauwe yn ferburgen harmony, yn takomstige sillichheden en gerjochtichheden offerje? Moat men net God sels offerje en út wredens tsjin jinsels, de stien, de dommens, it swiere, it lot, it neat oanbidde? Foar it neat God offerje – dat paradoksale mystearje fan lêste wredens bleau foar it opkommende neiteam oer: wy ha der allegearre al wat fan kennen leard.

Wa't, lykas my, mei in riedselich begear writen dien hat en tink it pessimisme yn 'e djipte troch en ferlos it fan 'e heal-kristlike, heal-Dútse sljochtens en benyptens dêr't it him yn 'e njoggentjinde ieu mei sjen litten hat, nammentlik mei it stal fan 'e Schopenhauerske filosofy; wa't wurklik ris mei Aziatyske en mear as Aziatyske eagen by de meast wrâldûntkennende fan alle mooglike tinkwizen nei binnen en nei ûnderen lôke hat – oarekant goed en kwea, en net mear, lykas Boedda en Schopenhauer, yn 'e ban en waan fan 'e moraal – , dy hat faaks krekt dêrtroch, sûnder

dat er it eins woe, de eagen opdien foar it tsjinoerstelde ideaal: foar it ideaal fan 'e oermoedichste, meast libbene en meast wrâldbefestigjende minske, dy't it net allinne leard hat en wês kontint en akkordearje mei dat wat wie en is, mar it, *lykas it wie en is*, wer ha wol, alle ivichheid troch, net te sêdzjen 'Bys, bys!' roppend, net allinne tsjin himsels mar tsjin it hiele stik en toaniel, en net allinne tsjin in toanielstik, mar feitlik tsjin dyjinge dy't krekt dat toanielstik nedich hat – en nedich makket: om't er hieltyd wer himsels nedich hat – en nedich makket – Wat? En soe dat net wêze – *circulus vitiosus deus*?

[57]

Mei dat syn geast krêftiger sjocht en ynsjocht, waakst de fierte en ek de romte om 'e minske: syn wrâld wurdt djipper, hieltyd nije stjerren, hieltyd nije riedsels en bylden komme him yn it sicht. Miskien wie alles dêr't it each fan 'e geast syn skerpens en djipsinnigens op oefene net mear as in oanlieding om te oefenjen, in spultsje, wat foar bern en bernlike halzen. Miskien binne de plechtichste begripen, dêr't it meast om striden en lijd is, de begripen 'God' en 'sûnde', ienris foar ús net wichtiger as foar de âlde man in berneboartersdinkje en bernepyntsje, – en miskien hat dan 'de âlde minske' dan wer in oar berneboartersdinkje en in oar pyntsje nedich, – hieltyd noch bern genôch, in ivich bern!

[58]

Is wol beächte yn hoefier as foar in feitlik religieus libben (en sawol foar it mikroskopske leaflingswurk fan 'e selshifking as foar dy sêfte evenredigens dy't him 'gebed' neamt en dy't in allegeduerige reeëns foar it 'kommendeweis wêzen fan God' is)

de uterlike liddigens of heale liddigens nedich is, ik bedoel de liddigens mei in goed gewisse, fan âlds fan it foarteam oefene, dat net alhiel ûnbekend wie mei it aristokratyske fiellen, dat wurk *te skande makket*, – want siel en lea fulgêr makket? En dat dus de moderne, razerige, jachtsjende, eigenwize, dom-grutske wurkwarberens, mear as al it oare, krekt it ‘ûnleauwe’ oankweekt en tariedt? By dyen dy’t bygelyks op dit stuit yn Dútslân ôfsidich fan ’e religy libje, fyn ik allerhanne slach folk fan ’e ‘frijtinkerij’, lykwols fral in mearderheid waans religieuze ynstinkten troch har wurkwarberens, fan pake op bern, oplost binne: sa dat se alhiel net mear witte wêr’t religy goed foar is, en dy’t allinne mei in soarte fan dompe fernuvering har bestean yn ’e wrâld registrearje. Hja fielle dat der al mear as genôch beslach op har lein wurdt, dy brave lju, of troch har saken, of troch har setten en pretten, om it mar net te hawwen oer it ‘heitelân’ en de kranten en de ‘húslike plichten’: it skynt dat se hielendal gjin tiid foar de religy mear oer ha, namstemear om’t it har net dúdlik wurdt oft it dêrby om nije saken giet of nije setten en pretten, – want it kin net, sizze se tsjin harsels, dat men de tsjerke yn giet inkel en allinne om in goed sin bedjerre te litten. Hja binne gjin fijannen fan religieuze brûkmen; as har frege wurdt, bygelyks troch de steat, dat se meidogge oan sokke brûkmen, dan dogge se wat har frege wurdt, lykas de lju safolle dogge –, mei in geduldige en beskiedene serieuzens en sûnder in protte nijsgjirrigens of ûntefredenens: – hja steane der al te bot nêst en bûten om noch in foar of tsjin yn sokke dingen fan harsels te freegjen. By dy ûnferskilligen heart tsjintwurdich de grutte mearderheid fan ’e Dútse protestanten yn ’e middelste stannen, en spesjaal dyen út ’e warbere, grutte hannels- en ferkearssintra; allyksa de grutte mearderheid fan ’e warbere wittenskippers en it universiteitsapparaat dat mei har

anneks is (de teologen útsûndere, waans bestean en mooglikheid de psycholooch foar hieltyd mear en hieltyd subtilere riedsels stelt). Fromme en allinne mar tsjerkske minsken ek meitsje har der komselden in foarstelling fan *hoefolle* goede wil, men koe sels sizze, tafallige wil as der hjoeddedei mei mank is as in Dútse gelearde it probleem fan 'e religy serieus nimt; op grûn fan syn hânwurk (en, lykas sein, op grûn fan 'e hanwurklike wurkwarberens dêr't syn moderne gewisse him ta ferplichtet) hellet er oer nei in superieure, hast guodlike fleurigens foar de religy oer, dêr't út en troch in lichte lytsachting mei mank giet, rjochte tsjin 'e 'ûnsuverens' fan geast dy't er oeral ferûnderstelt dêr't de lju noch lid fan 'e tsjerke binne. It slagget de gelearde pas mei help fan 'e skiednis (dus *net* út syn persoanlike ûnderfining wei) en bring foar de religy oer earbiedige ernst en sels in skouwe achting op; mar sels as er it ta it fiellen fan tankberens foar de religy bringe kinnen hat, dan is er mei syn persoan noch gjin stap tichterby wat noch as tsjerke of frommens bestiet: earder krekt oarsom. De praktyske ûnferskillichheid foar religieuze saken oer, dêr't er mei hikke en tein is, sublimearret him by him ornaris ta in hoedenens en keinens dy't de beruorring troch religieuze minsken en dingen mijt; en it kin krekt de djippens fan syn tolerânsje en minsklikens wêze dy't him hjit en gean de subtilere needtastân út 'e wei dy't mei it tolerearjen sels anneks is. – Alle tiden ha har eigen godlike soarte fan naïvens, en op it útfinen dêrfan meie oare tiden oergeunstich wêze: – en hoefolle naïvens, hoefolle earbiedwaardige, bernige en mjitteleas dwaze naïvens der leit yn dat superioriteitsleuwe fan 'e gelearde, yn it goede gewisse fan syn tolerânsje, yn 'e argeleaze sljochte wissichheid, dy't er fielt as er ynstinktyf de religieuze minske as in minderwaardich en leger soarte fan minske behannelet, dêr't er sels oan ûntgroeid,

boppe-út, *oerbinne* groeid is, – hy, de lytse, eigenwize dwerch en plebejer, de flitich-flinke holle- en hânarbeider fan 'e 'ideeën', fan 'e 'moderne ideeën!'

[59]

Wa't djip yn 'e wrâld sjoen hat, sil troch ha, hokker wiisheid as it yn hat dat de minsken oerflakkich binne. It is har ynstinkt ta selsbehâld dat har leart flechtich, licht en falsk te wêzen. Hjir en dêr wurdt in útskroevene en oerdriuwende oanbidding fan 'e 'suvere foarmen' fûn, by filosofen lykas by keunstners: lit nimmen betwifelje, dat wa't sa bot de kultus fan 'e oerflakte *nedich* is, wolris in ûngelokkige greep *derûnder* dien hat. Faaks is sels by dy bern dy't har brând ha, de yngrevene keunstners dy't har libbensnocht inkel noch fine yn har stribjen en *ferfalskje* it byld fan it libben (as wie it ien lange wraakoefening op it libben –), ek noch in rangoarder oan te wizen: men koe hoe fier as it libben foar har bedoarn is ôfliede út hoefier't se it byld fan it libben *ferfalskje*, fertinje, feroarekantsje en fergodlikje wolle, – men koe de homines religiosi by de keunstners rekkenje, as har heechste soarte. It is de djippe, mistrouwige freze foar in pessimisme dat nea oerbetterje wol dy't hiele millennia der ta oanset en byt har mei de toskan fêst yn in religieuze ynterpretaasje fan it bestean: de freze fan dat ynstinkt dat it idee hat dat men de wierheid wolris te *gau* te pakken krije koe, ear't de minske sterkernôch, hurdernôch, keunstner genôch wurden is... De frommens, it 'libjen yn God', sa besjoen, ferskynt dêrby as de subtylste en lêste neiberte fan 'e *freze* foar de wierheid, as keunstners-oanbidding en -dronkenens foar de meast konsekwinte fan alle *ferfalskingen*, as de wil ta omkearing fan 'e wierheid, as de wil ta ûnwierheid, likefolle tsjin hokker priis. Faaks dat der oant ta gjin better middel

wie om de minske te fermoaikjen as krekt frommens: dêrtroch kin de minske sa lyk keunst, oerflak, kleurespul, goedens wurde, dat it gjin mear sear docht him te sjen. –

[60]

De minske leaf ha *om wille fan God* – dat wie oan no ta it foarnaamste en fierste fiellen dat by minsken berikt is. Dat de leafde ta de minsken sûnder ien of oare hilligjende bybedoe-ling in dommichheid en bistichheid *te mear* is, dat de oanstriid ta dy minskeleafde pas fan in hegere oanstriid syn mjitte, syn subtilens, syn kerreltsje sâlt en dripke amber krije kin: hokker minske as it ek wie, dy't dat as earste fernommen en 'trochlibbe' hat, hoe't syn tonge ek stykje sillen hat doe't er besocht en druk sa'n tearfiellichheid út, hy bliuwt foar ús foar altyd hillich en it ferearjen wurdich, as de minske dy't oan no ta it heechste flein en him it moaiste fersind hat!

[61]

De filosoof sa't *wy* him sjogge, wy frije geasten – , as de minske mei de wiidst fiemjende ferantwurdlikheid, dy't it gewisse foar de algehele ûntjouwing fan 'e minske hat: dy filosoof sil gebrûk meitsje fan religys foar syn opkweek- en ûnderwizingswurk, sa't er ek fan 'e eigentiidske politike en ekonomyske tastannen gebrûk meitsje sil. De selektearjende, opkweekjende, dat betsjut altyd likegoed de destruktive as de skeppende en foarmjende ynfloed dy't mei help fan religys útoefene wurde kin, ferskilt mei it slach minsken dat ûnder syn ban en beskerming brocht is. Foar wa't sterk, ûnôfhinklik, foarbestimd en klear is foar it lieding jaan, yn wa't it ferstân en de keunst fan in regearjende elite liiflik stal krigen hat, is de religy in middel te mear om wjerstannen te

oerwinnen, om te hearskjen: it is in bân dy't hearsker en ûnderdienen mienskiplik bynt en dy't de gewissen fan 'e ûnderdienen, it ferburgene en ynderlikste oan har dat him graach foar de hearrigens wei wine soe, oan 'e hearsker ferriedt en útleveret; en yn it gefal dat seldsume natueren út sa'n foarnaam laach, út geastlike hegens har in weromlutsen en beskôgjend libben taeigenje en allinne de selektyfste soarte fan hearskjen (oer in elite fan jongfeinten of oarderbruorren) foar kar nimme, dan kin de religy sels as middel brûkt wurde om jin ôf te skermjen fan it jachtsjen en de omballingen fan it *rûgere* regearjen en bekweadigje jin net oan 'e *needsaaklike* smoargens fan alle polityk. Dat begriepen bygelyks de Bramanen: mei help fan in religieuze organisaasje joegen se harsels it frij en beneam it folk syn keningen wylst se harsels fierder ôfsidich holden en bûtensteander fielden, as minsken mei hegere en mear as keninklike opjeften. Wilens jout de religy in part fan 'e oerhearske lju ek in oanlieding en in gelegenheid om har op in takomstich hearskjen en lieding jaan ta te rieden, en dat jildt dy stadich opkommende klassen en stannen dêr't, troch lokkige trougewoanten, de krêft en nocht fan 'e wil, de wil ta selsbehearsking, hieltyd yn it oanwinnen is: – harren biedt de religy ympulsen en besikingen genôch om de paden nei de hegere geastlikens yn te slaan, de fiellingen fan 'e grutte selsoerwinning, fan it swijen en fan 'e iensumens út te probearjen: – asketisme en puritanisme binne hast ûnûntbearlike ûnderwizings- en ferealingsmiddels, as in ras syn ôfkomst út 'e kliber de baas wurde wol en him nei in takomstige hearskskippij omheech wurket. Foar de gewoane minsken, by einsluten, de aldermeasten, dy't der foar it tsjinjen en it algemien nut binne en allinne yn sa fier der wêze *meie*, jout de religy in alderkostberste kontintens mei de eigen sitewaasje en aard, mannichfâldige freden fan it hert,

in ferealing fan 'e hearrigens, in lok en lijen te mear om mei har gelikensen te belibjen en eat fan idealisearring en ferfraaiïng, eat fan rjochtfeardiging fan hiel it alledeiske, fan hiel it mindere, fan 'e hiele healdierlike earmoed fan har siele. Religy en de religieuze betsjutting fan it libben smyt in sinneglâns oer sokke jimmeroan fan soargen besette minsken en makket dat se it ferneare kinne en sjoch harsels ûnder eagen, it wurket, lykas in epikuryse filosofy op lijers fan in hegere rang ornaris wurket, ferkwikjend, ferdjipjend, it lijen om it sa te sizzen *útnutsjend*, by einsluten sels hilligjend en rjochtfeardigjend. Faaks is oan it kristendom en it boeddisme neat sa respektabel as har keunst en lear it sels de minsten noch oan om harsels troch frommens yn in hegere skynoarding fan 'e dingen te pleatsen en sa de nocht oan 'e wurklike oarding, dêr't se in hurd libben ûnder ha, – en krekt dy hurdens is nedich! – by harsels fêst te hâlden.

[62]

Lykwols, om by einsluten ek op 'e hege priis fan sokke religys te wizen en har sinistere faaiens foar it ljocht te heljen: – it wurdt altyd djoer en mei ferskrikkingen betelle, as religys *net* as opkweek- en ûnderwizingsmiddels yn 'e hân fan 'e filosoof, mar út harsels en *sûverein* it bewâld fiere, as se sels lêste doel en net middel njonken oare middels wêze wolle. Der is by de minsken lykas by alle oare diersoarten in oerskot oan mislearre, sike, losleine, breklike, útsoarte lijende lju; it goed slagge wêzen is ek by de minsken altyd de útsûndering en troch it feit dat de minske it *noch net fêststelde dier* is, sels in seldsume útsûndering. Mar it is noch slimmer: wat heger it type dêr't in minske ta heart, wat lytser is de kâns dat er *slagget*: it tafallige, de wet fan 'e ûnsin yn it gehiel fan 'e húshâlding fan it minskdom toant in alderôfgryslík-

ste destruktive wurking op 'e hegere minsken, waans libbensbe-
tingsten subtyl, mannichfâldich en net maklik te bepalen binne.
Hoe steane no niisneamde twa grutste religys foar dat *oerskot*
oan mislearre gefallen oer? Hja besykje yn stân te hâlden, yn it
libben te hâlden wat ek mar yn 'e fierste fierte in oanknopings-
punt biedt, ja se kieze prinsipieel partij foar har, as religys foar
lijers, se jouwe it gelyk oan al dyen dy't oan it libben as oan in
sykte lije, en se soene ha wolle dat alle oare libbensûnderfining
foar falsk trochgiet en ûnmooglik wurdt. Al soe men noch sa
heech opjaan fan dat soarchsume ûntsjen en yn stân hâlden, foar
sa fier as dy soarch njonken alle oaren ek it heechste, dat is hast
altyd ek it meast lijende type minske jildt en gou: nettsjinsteande
binne yn 'e totaalôfrekken de besteande, nammentlik *sûvereine*
religys de haadoarsaak derfan dat it type 'minske' op in lege
trep fan ûntwikkeling stean bleau, – se holden tefolle yn stân,
wat te'n ûnder gean moast. Men hat gâns har te tankjen; en wa
is rikernôch oan tankberens, en soe him der net yn útputte om
alles wat bygelyks de 'geastlike minsken' fan it kristendom oan
no ta foar Europa dien ha! En dochs, doe't dy religy's de lijers
treast, de ûnderdrukten en ferwezelingen moed, de ûnselsstan-
nigen hâld joegen en de ynderlik-fertiïdsen en wyldemannen út
'e maatskippij wei lokken nei kleasters en tuchthuzen foar de
siele: wat moasten se doe fierder noch dwaan, om mei in goed
gewisse sa prinsipieel oan it yn stân hâlden fan al it sike en lijen-
de te wurkjen, dus mei har dieden feitlik oan 'e *efterûtgong fan*
it Europeeske ras te wurkjen? Alle weardeoardielen *op 'e kop* sette
– *dat* moasten se! En de sterken tebrekke, grutte ferwachtingen
oantaaste, it lok yn 'e skientme fertocht meitsje, al it eigenmach-
tige, manlike, feroverjende, hearsksuchtige, alle ynstinkten dy't it
heechste en bêst slagge type 'minske' te eigen binne, knieze en

feroarje yn ûnwissens, gewisseneed, selsdestruksje, ja alle leafde ta it ierdske en ta bewâld oer de ierde yn haat tsjin 'e ierde en it ierdske feroarje – *dat* stelde de tsjerke him as doel en moast er him stelle, oant neffens har weardeoardiel lang om let 'gjin wrâldskens mear', 'gjin sintúglikens mear' en 'hegere minske' yn ien gefoel gearraanden. Stel dat men mei it spotske en ûnpartidige each fan in epikuryske god de wûnderlik pynlike en likegoed rûge as subtile komeedzje fan it europeeske kristendom oersjen koe, ik leau, dan soe de ein fan jins fernuvering en jins laitsjen wei wêze: want is it net likernôch as hat achttjin ieuwen lang Ien Wil oer Europa it bewâld fierd, mei it doel en meitsje fan 'e minske in *sublime misberte*? Wa't lykwols mei tsjinoerstelde ferletten, net epikurysk mear mar mei in godlike hammer yn 'e hân op dy hast willekeurige fertutearzging en ferkommering fan 'e minske, fan 'e kristlike Europeaan (Pascal bygelyks), tasette, soe dy dan net út lilken, út meilijen, út ôfgriis balte: 'Och jim dwazen, jim arrogante, meilijerige dwazen, wat ha jim útheefd! Wie dat wurk foar jim hannen! Wat ha jim myn moaiste stien knoeid en skeind! Wat ha *jim* jim oanmetten!' – Ik woe dêrmei sizze: it kristendom wie oan no ta de fataalste foarm fan selsferheffing. Minsken, net heech en hurd genôch om *oan 'e minske* as keunstner bouwe te meien; minsken, net sterk en foarútsjend genôch, om, mei in ferheven selsbetwang, op 'e foargrûn de wet fan it tûzenfâldich mislearjen en te sink gean jilde te *litten*; minsken, net foarnaam genôch, om de absolute ferskillen yn rangoarder en rangekleau tusken minske en minske te sjen: – *sokke* minsken ha, mei har 'gelyk foar God oer', oan no ta oer it lot fan Europa it bewâld hân, oant lang om let in ferlytse, hast bespotlik soarte, in groepsdier, wat goedwillich, syklik en midsmjittichs opkweekt is, de hjoeddeistige Europeaan ...

Fjirde haadstik

SPREUKEN EN TUSKENSTIKJES.

[63]

Wa't fan top ta teil ûnderwizer is, nimt alle dingen allinnich mei it each op syn learlingen serieus, sels himsels.

[64]

'De kennis omwille fan 'e kennis' – dat is de lêste strûp dy't de moraal knopet: dêrtroch rekket men noch ienris folslein yn har fertiisd.

[65]

De oantrekkingskrêft fan kennis soe swak wêze, as net op it paad dêrhinne safolle skamte te oerwinnen wie.

[65A]

Men is it ûnearlikst tsjin jins God: dy *mei* net sûndigje!

[66]

De oanstriid en lit jin delhelje, bestelle, belige en misbrûke soe de skamte fan in God tusken minsken wêze kinne.

[67]

Leafde foar net mear as ien is barbaarsk: want dy wurdt op kosten fan alle oaren útoefene. De leafde foar God ek.

[68]

‘Dat ha ik dien’ seit myn ûnthâld. ‘Dat kin ik net dien ha’ – seit myn grutskens en hâld foet by stik. Lang om let – bynt it ûnthâld yn.

[69]

Men hat it libben min obstrewearre, as men ek net de hân sjoen hat, dy’t op ferguodlikjende wize – deadet.

[70]

Hat men karakter, dan hat men ek jins karakteristike ûnderfining dy’t hieltyd werom komt.

[71]

De wize as astronoom. – Salang asto de stjerren fielt as in ‘boppe-dy’, hasto noch net it each fan ’e ynsjochsiker.

[72]

Net de krêft mar de doer fan in heech fiellen makket hege minsken heech.

[73]

Wa’t syn ideaal berikt, lit it krekt dêrtroch efter him.

[73^A]

Guon pauwen hâlde har pauwesturt foar alle eagen ferburgen
– en neamme dat har grutskens.

[74]

In minske mei genialiteit is net te fernearen, as er net op syn
minst twa dingen derby hat: tankberens en suverens.

[75]

Krêft en aard fan in minske syn seksualiteit sjitte oant yn 'e
fierste toppen fan syn geast op.

[76]

Under freedsume omstannichheden falt de oarlochsuchtige
minske himsels oan.

[77]

Mei jins prinsipes wol men jins oanwensten tirannisearje of
rjochtfeardigje of earje of swart meitsje of ferbergje: – twa
minsken mei deselde prinsipes wolle dêrmei nei alle gedachten
prinsipieel ûngelikense dingen.

[78]

Wa't himsels ferachtet, hat dêrby noch altyd heechachting foar
himsels as ferachter.

[79]

In siel dy't him bemind wit mar sels net bemint, ferriedt syn
gromsop: – syn ûnderste komt boppe.

[80]

In saak dy't opklearret hâld op jin oan te gean. – Wat bedoelde dy god, dy't rette: 'Ken dysels!' Betsjutte it faaks: 'Hâld op dysels oan te gean, wurd objektyf!' – En Sokrates? – En de 'wittenskiplike minske'? –

[81]

It is alderheislikst en stjer op see fan toarst. Moatte jim dan daalks jim wierheid sa sâlt meitsje, dat er net iens mear – de toarst ferslacht?

[82]

'Meilijen mei alleman' – soe hurdens en tyranny tsjin *dy* wêze, bêste buorman! –

[83]

It ynstinkt. – As it hûs yn 'e brân stiet, ferjit men sels it middeisiten. – Ja: mar op 'e jiske hat men it dochs noch.

[84]

De frou ferleart it haatsjen neigeraden dat se it betsjoenjen ferleart.

[85]

Deselde affekten ha by man en frou dochs in oar tempo: dêrom komt der gjin ein oan it misbegryp tusken man en frou.

[86]

De froulju ha op 'e eftergrûn fan al har persoanlike idelens altyd noch har ûnpersoanlike ferachting – foar 'de frou'.

[87]

Bûn bert, frije geast. – As men jins hert strak bynt en finzen hâldt, kin men jins geast in protte frijheden jaan: ik ha dat al ris earder sein. Mar soks leaut men net, as men it sels net al wit...

[88]

Tûke minsken mistrout men, as se ferlegen wurde.

[89]

Heislige ûnderfiningen roppe de fraach op oft wa't dy ûnderfynt selsnet heislik is.

[90]

Swiere, swiermoedige minsken wurde krekt troch wat oaren swier makket, troch haat en leafde, lichter en komme in setsje oan har oerflak.

[91]

Sa kâld, sa izich, dat men de fingers oan him baarnt! Alle hannen dy't him oanpakke wurde kjell! – En krekt dêrom hâlde in protte him foar fjoer en flam.

[92]

Wa hat foar syn goeie namme net al ris – himsels te'n offer brocht? –

[93]

Yn 'e freonlikens is neat fan minskehaat, mar krekt dêrom wol safolle minskeferachting.

[94]

Ripens fan 'e man: dat is, de earnst werom fûn ha dy't men as bern hie, by it boartsjen.

[95]

Jin foar jins morele minpunten skamje: dat is in trime op 'e ljeder, oan 'e ein skammet men jin ek foar jins morele pluspunten.

[96]

Men moat fan it libben ôfskie nimme lykas Odysseus fan Nau-sikaa, – mear seinigjend as fereale.

[97]

Wat? In grut man? Ik sjoch altyd allinne mar de toanielspiler fan syn eigen ideaal.

[98]

As men jins gewisse ôfrjochtet, dan tutet it jin mei't it jin byt.

[99]

Hy hie it him oars foarsteld. – 'Ik harke oft der wjerlûd kaam, mar ik hearde inkel lof – '.

[100]

Foar ússels dogge wy ús ienfâldiger foar as dat wy binne: sa komme wy by fan ús meiminsken.

[101]

Hjoeddedei soe de minske fan ynsjoch him al gau as de bist-wurding fan God fielle kinne.

[102]

Leafde fan 'e oar soe de leafdesfeint eins nochter meitsje moatte oangeande it beminde wêzen. 'Wat? Is dy beskieden genôch om sels fan dy te hâlden? Of dommernôch? Of – of – '.

[103]

Faai stean yn it lok. – 'No komt alles my goed te staach, no sil ik elk needlot leaf ha: – wat hat nocht myn needlot te wêzen?'

[104]

Net har minskeleafde, mar de ûnmacht fan har minskeleafde, behinderet de kristen fan hjoed om ús – te ferbaarnen.

[105]

De smaak fan 'e frije geast, fan 'e 'fromme ynsjochsiker' – stiet de pia fraus (it bedroch út bêstens) noch mear tsjin (stiet *syn* 'frommens' noch mear tsjin) as de impia fraus. Dêrfandinne dat djipste ûnbegryp fan 'e tsjerke, dat it type fan 'e 'frije geast' eigen is, – as *syn* ûnfrijheid.

[106]

Yn de muzyk ha de hertstochten wille fan harsels.

[107]

As it beslút ienris nommen is, dan ek dôf wêze wolle foar de bêste tsjinarguminten: teken fan in sterk karakter. Dus bytiden in wil ta dommens.

[108]

Der binne hielendal gjin morele fenomenen, allinne mar morele útlizzen fan fenomenen ...

[109]

De kweadogger is fakernôch syn die net treast: dy makket er lytser en ferleagenet er.

[110]

De abbekaten fan in kweadogger binne komselden keunstner genôch om de skientme yn 'e skriklikens fan 'e die yn it foardiel fan 'e dieder te brûken.

[111]

Us idelens is just dan hast net te kwetsen, as krekt ús grutskens kwetst waard.

[112]

Wa't him foar it skôgjen en net foar it leauwen ornearre fielt, binne alle leauwigen te lûdroftich en opkringerich: hy set him tsjin harren te war.

[113]

'Wolst him foar dy ynnimme? Doch dan ferlegen tsjin him. –'

[114]

De kolossale ferwachtingen oanbelangjende de slachtlike leafde en de skamte yn dy ferwachtingen bedjert foar de froulju yn it foar alle perspektiven.

[115]

Dêr't gjin leafde of haat meispilet, spilet de frou in midsmjttige partij.

[116]

De grutte tiidrekken yn ús libben binne dan, as wy de moed opbringe om ús slimste as ús bêste om te dopen.

[117]

De wil om in beskaat affekt te oerwinnen is by einsluten doch net mear as de wil fan in oar of meardere oare affekten.

[118]

Der is in ûnskuld fan 'e bewûndering: dy hat by wa't it noch net opkommen is, dat er sels ek bewûndere wurde kin.

[119]

De wearze fan smoargens kin sa grut wêze dat er ús behinderet ús te waskjen, – ús te 'rjochtfeardigjen'.

[120]

De sinlikens lit de leafde gauris te hurd waakse, dat de woartel swak bliuwt en maklik út te skuorren is.

[121]

It wie handich fan God om Gryksk te learen doe't er boeken skriuwe woe – en dat er it net better learde.

[122]

Bliid te wêzen mei lof is by in protte net mear as in hoflikheid fan it hert – en krekt it tsjinoerstelde fan in idelheid fan 'e geast.

[123]

It konkubinaat is ek bedoarn: – troch it houlik.

[124]

Wa't op 'e brânsteapel noch jubelet, triomfearret net oer de pine, mar oer dat er gjin pine fielt dêr't er dy ferwachte. In gelikenis.

[125]

As wy ús miening oer immen op 'e nij besjen moatte, dan rekkenje wy him it ûngemak dat wy sadwaande fan him ha, swier oan.

[126]

In folk is in omwei fan 'e natuer om by in stik of seis, sân grutte mannen út te kommen. – Ja: en om dan om har hinne te kommen.

[127]

Alle wiere froulju taast de wittenskip yn it skamtefiellen. It is har krekt likernôch as woe men har dêrmei ûnder it fel, – of noch slimmer, ûnder jûpe en opsier sjen.

[128]

Namste abstrakter as de wierheid is dyst ûnderwize wolst, namste mear moatst de sintugen ta har ferliede.

[129]

De deale hat de fierste perspektiven op God, dêrom bliuwt er sa'n ein by him wei: – de deale ommers as de âldste freon fan it ynsjoch.

[130]

Wat immen *is*, wurdt dúdlik as syn talint it bejout, – as er ophâldt sjen te litten wat er *kin*. Talint siert jin ek op; opsier ferberget jin ek.

[131]

De slachten fersinne har oer inoar: dat komt, hja earje en leavje úteinliks allinnich harsels (of har eigen ideaal, om it wat aardiger te sizzen –). Dat de man wol dat de frou freedsum is, – mar krekt de frou is *yn wêzen* ûnfreedsum, lykas de kat, hoe goed as se ek leard hat in freedsum oansjen op te hâlden.

[132]

Men wurdt it meast foar jins deugden straft.

[133]

Wa't it paad nei syn eigen ideaal net fine kin, libbet lichtsinniger en skamteleazer as de minske sûnder ideaal.

[134]

Pas fan 'e sintugen komt alle leauwenswaardigens, al it goede gewisse, al it oansjen fan 'e wierheid.

[135]

It fariseïsme is net in degeneraasje by de goede minske: in grut part dêrfan is earder in betingst foar al it goed-wêzen.

[136]

De iene siket in ferloskundige foar syn tinzen, de oare ien dy't er helpe kin: sa ûntstiet in goed petear.

[137]

Yn 'e omgong mei gelearden en keunstners ferrekkenet men jin gau de oare kant út: men fynt achter in nuveraardich gelearde net selden in midsmjittich persoan, en achter in midsmjittich keunstner sels faak – in tige nuveraardich persoan.

[138]

Wy dogge as wy wekker binne net oars as yn 'e dream: wy tinke en dichtsje earst de minske út dêr't wy by ferkeare – en ferjitte it dêrmei.

[139]

Yn 'e wraak en yn 'e leafde is de frou barbaarsker as de man.

[140]

Rie as riedsel. – ‘Wol de bân net útskuorre, – moatst der earst op bite.’

[141]

It is op grûn fan it ûnderliif dat de minske him net sa gau foar in God hâlde sil.

[142]

It keinste wurd dat ik heard ha: 'Dans le véritable amour c'est l'âme qui enveloppe le corps.' (By wiere leafde is de siel omhulsel foar de lea).

[143]

Dêr't wy it bêst yn binne, dêrfan woe ús idelens dat it foar ús it dreechste is. Ta de oarsprong fan mear as ien moraal.

[144]

As in frou gelearde oanslaggen hat, dan is der ornaris wat net yn oarder mei har seksualiteit. Unfruchtberens dispoenearret al ta in beskate manlikens fan smaak; want de man is, mei permisje, 'it ûnfruchtbere dier'.

[145]

Man en frou troch de bank nommen ferlike mei men sizze: de frou soe net geniaal yn opsier wêze, as se net it ynstinkt foar de *twadde* rol ha soe.

[146]

Wa't mei meunsters wrakselet moat der om tinke dat er net sels in meunster wurdt. En ast te lang yn 'e ôfgrûn sjochst, dan sjocht de ôfgrûn ek by dy nei binnen.

[147]

Ut âlde Florentynske novellen, en boppedat – út it libben: buona femmina e mala femmina vuol bastone ('goede froulju en minne froulju binne de stôk brek') Sacchetti, Nov 1886

[148]

De meiminske ta in geunstige miening ferliede en efternei yn dy goede miening fan 'e meiminske begjinne te leauwen: wa docht de frou dat keunststikje nei? –

[149]

Wat in tiid as kwea ûnderfynt, is ornaris in let njonkeneffekt fan wat eartiids as goed ûnderfûn waard, – it atavisme fan in âlder ideaal.

[150]

Om de held hinne wurdt alles trageedzje, om 'e healgod hinne alles satyrspul; en om God hinne wurdt alles – wat? Miskien 'wrâld'? –

[151]

In talint ha is net genôch: men moat ek jim tastimming dêrfoar ha, – is it net sa, freonen?

[152]

'Dêr't de beam fan it ynsjoch stiet, is altyd it paradys': sa prate de âldste en de jongste slangen.

[153]

Wat út leafde dien wurdt, is altyd oarekant goed en kwea.

[154]

It beswier, de sydsprong, it fleurige mistrouwen, de gekjeierij binnene tekenen fan sûnens: alle betingstleazens heart by de pathology.

[155]

De sin foar it tragyske nimt mei de sinlikens ôf en ta.

[156]

It fersin is by ynindividuen wat seldsums, – mar by groepen, partijen, folken, tiden de regel.

[157]

De gedachte oan selsmoard is in sterk treastmiddel: dêr komt men mear as ien kweade nacht goed mei troch.

[158]

Under ús sterkste driuwfear, de tiran yn ús, jout him net allinne ús ferstân, mar ek ús gewisse del.

[159]

Men *moat* ferhelje, goeds en slims: mar wêrom krekt op 'e persoan dy't ús goeds of slims dien hat?

[160]

Men hâldt net mear genôch fan jins ynsjoch, sa gau as men it trochjout.

[161]

Dichters ha gjin skamte foar har eigen ûnderfiningen oer: se benutsje se.

[162]

'Us nêste is net ús buorman, mar dy syn buorman' – sa tinke alle folken.

[163]

De leafde bringt de hegere en ferburgene eigenskippen fan wa't leaf hat oan it ljocht – syn komseldenens, syn by-útsûndering: yn sa fier ferrifelt it maklik oer wat regel oan him is.

[164]

Jezus sei tsjin syn joaden: 'De wet wie foar feintefolk – haw God leaf lykas ik Him leaf ha, as syn soan! Wat giet ús soannen fan God de moraal oan!' –

[165]

Alle partijen oanbelangjende. In hoeder is altyd ek noch in liedersraam brek, – of hy moat sels by gelegenheid liedersraam wêze.

[166]

Men liicht mei de mûle; mar mei de bek dy't men dêrby lûkt seit men dochs noch de wierheid.

[167]

By hurde minsken is tearens in kwestje fan skamte – en wat kostbers.

[168]

It kristendom joech Eros gif te drinken: – hy gie der wol net dea fan, mar hy ferwaard, ta ûndeugd.

[169]

In protte oer jinsels prate kin ek in middel wêze om jin te ferbergjen.

[170]

Yn 'e lof is mear opkringerigens as yn 'e krityk.

[171]

Meilijen is by in minske fan ynsjoch hast om te laitsjen, lykas sêfte hannen by in sykloop.

[172]

Men slacht bytiden de earms út minskeleafde om samar in minske (om't men net de earms om alle minsken slaan kin): mar krekt dat mei men dy willekeurige persoan net skine litte...

[173]

Men hatet net, sa lang as men noch leechachtet, mar pas as men gelyk of heger achtet.

[174]

Jim effisjinsjeridders, jim hâlde allinne mar fan alle effisjinsje as it *rydark* fan jim oanstriid, – jim fine eins it leven fan syn fjillen ek net te fernearen?

[175]

Men hâldt by einsluten fan jins begeharte, en net fan it begeharte.

[176]

De idelens fan oaren stiet ús smaak allinne tsjin, as dy ús idelens tsjinstiet.

[177]

Dat wat 'wierhaftich' is, hat miskien noch gjinien wierhaftich genôch oer west.

[178]

Tûke minsken leaut men gjin dwaasheden fan: wat in skeining fan minskerjochten!

[179]

De gefolgen fan ús hannelingen krije ús by it nekfel, en bekroadzje har der alhiel net om dat wy yn 'e tuskentiid 'ús libben bettere' ha.

[180]

Der is in ûnskuld yn 'e leagen, dy't it teken fan it oprjocht leauwen yn in saak is.

[181]

It is ûnminsklik en seinigje, dêr't immen ferflokt wurdt.

[182]

De fertroulikens fan in meardere makket bitter, om't soks net werom jûn wurde kin.

[183]

'Net datst my foarliigdest, mar dat ik dy net mear leau, hat my telider slein.' –

[184]

Der is in oermoed yn 'e goedens, dy't de yndruk fan kwea-aardichheid jout.

[185]

'Hy noasket my net'. – Wêrom net? – 'Ik bin him net treast.'
– Hat ea in minske sa andere?

Fyfte haadstik

OER DE SKIEDNIS FAN 'E ÛNJOUWING FAN 'E MORAAL

[186]

It morele fiellen is hjoeddedei yn Europa like subtyl, let, kompleks, kidelich, raffinearre as de dêrmei mank rinnende 'wittenskip fan 'e moraal' noch jong, begjinnerwurk, rûch fan ark en grip is: – in oanloklike tsjinstelling, dy't bytiden yn 'e persoan fan in moralist sels libbensliif sichtber wurdt. It wurd 'wittenskip' is al, oanbelangjende wat dêrmei oantsjut wurdt, heechmoedich en de *goede* smaak tsjinnich: dy't jimmeroan de beskiedener wurden smaakfol plichtet te finen. Men soe, yn alle strangens, ynskikke moatte, *wat* dêr op termyn noch nedich is, wat foarearst allinne besteansrjocht hat: nammentlik samling fan it materiaal, definysjes fan kategoryen en oardering fan in ûnbidich ryk fan subtile weardefiellingen weardeûnderskiedingen dy't libje, waakse en te sink geane, – en, miskien, besykje en meitsje de weromkommende en frekwintere foarmen fan dy libjende útkristallisearring sichtber – as ynliding op in *typology* fan 'e moraal. No goed: oan no ta wie der net safolle beskiedenens. De filosofen ha allegear fan harsels, mei in drege earnst dy't jin oan it laitsjen makket, wat easke dat in ûnbidigen soad heger, pretinsjeuzer, plechtiger wie, sagau't se har mei de

moraal as wittenskip dwaande holden: hja woene de moraal in *basis* jaan, – en alle filosofen oan no ta ha leaud dat se de moraal sa'n basis jûn ha; de moraal sels gou lykwols as 'in fêststeand feit'. Hoe bot fersmiet har lompe grutskens dy lyts achte en fertutearzge opjefte fan in beskriuwing, hoewol't de subtylste hannen en sinnen dêr amper subtyl genôch foar wêze koene! Krekt trochdat de moraalfilosofen allinne út 'en rûgens bekend wiene mei de morele feiten, mei in willekeurige seleksje dêrfan of mei in pear haadlinen, bygelyks mei de moraal yn har omkrite, har miljeu, har tsjerke, har tiid, har klimaat en geografyske lokaasje, – krekt dêrtroch dat se oangeande folken, tiden, ferline min ûnderwiisd wiene en sels net al te leargjirich, dêrtroch krigen se de eigentlike problemen fan 'e moraal hielendal net yn it fizier: – dy't net earder as by in ferliking fan in *grut tal* moralen opdûke. Yn alle 'wittenskip fan 'e moraal' *ûntbriek*, hoe wûnderlik dat ek klinke mei, it probleem fan 'e moraal sels noch: it echtinken miste, dat dêr wat problematysk wêze soe. Wat de filosofen neamden 'de moraal in basis jaan' en dêr't se harsels op fergen, wie, goed besjoen, net mear as in gelearde foarm fan it rjochte *leauwe* yn 'e hearskjende moraal, in nij *útdrukkingsmiddel* dêrfan, dus sels in feit binnen in beskate moraal, ja sels, yn lêste ynstânsje, in soarte fan leagenjen dat dy moraal as probleem sjoen wurde *meie* soe: – en yn alle gefallen krekt it tsjinoerstelde fan it ûndersykjen, it ûntraffeljien, it oanfjochtsjen, it analysearjen fan dat leauwe. Beharkje bygelyks mei hokker hast ferearjenswaardige ûnskuld sels Schopenhauer syn eigen opjefte formulearret, en lûk jo eigen konklúzjes oer de wittenskiplikens fan in 'wittenskip' dêr't de lêste masters noch as bern en âlde wyfkes prate: – 'it begjinsel', seit er (side 136 fan 'e 'Grundprobleme der Moral'), 'it grûnprinsipe dêr't alle

etisy it ynhâldlik *eins* wol oer iens binne; *neminem laede, immo omnes, quantum potes, juva* ('doch gjinien tekoart, jou sterker noch alle minsken help') – dat is *eins* it prinsipe, dat alle sedemasters besocht ha in basis te jaan... de *eigentliche* basis fan 'e etyk, dy't men lykas de stien fan 'e wizen sûnt jiertûzenen socht hat.' – De swierrichheid en jou it niis oanhelle prinsipe in basis sil grif wol grut wêze – lykas bekend is it ek Schopenhauer net slagge –; en wa't iennis goed field hat, hoe flau-ûnwier en sentimenteel as dat prinsipe is, yn in wrâld dy't yn essinsje wil ta macht is, – dy mei yn it sin brocht wurde dat Schopenhauer, hoewol pessimist, *eins* – fluitspile ... Alle dagen, nei it iten: men kin dat fan syn biografen lêze. En út 'e flecht wei frege: in pessimist, in god- en wrâldûntkenner dy't foar de moraal *ho baldt*, – dy't tsjin 'e moraal Ja seit en fluit spilet, tsjin 'e dochgjinien-tekoart moraal: Hoe no? Is dat eins wol – in pessimist?

[187]

Ofsjoen fan 'e wearde fan sokke bewearingen lykas 'Der is yn ús in kategoryske ymperatyf', kin men jinsels altyd noch ôffreegje: wat seit sa'n bewearing oer dy't it beweart? Der binne moralen, dy't dejinge dy't har betinkt rjochtfeardigje moatte; oare moralen moatte de betinker derfan krekt rêst bringe en him mei himsels kontint meitsje; mei oaren wol er himsels oan it krús slaan en fernederje; mei oaren wol er wraak nimme, mei oaren wol er himsels ferbergje, mei oaren wol er himsels ferhearlikje, himsels yn fiere hichten stekke; de iene moraal hat foar syn betinker it doel om te ferjitten, in oaren ien dat hy sels of eat fan himsels fergetten wurdt; mear as ien moralist wol syn macht en syn skeppersriten op it minskdom útwierje; in oar, miskien Kant ek wol, jout mei syn moraal oan: 'Wat oan my

te achtsjen is, dat is dat ik hearrich wêze kin – en by jim *moat* dat krekt sa wêze as by my!’ – koartsein, de moralen binne ek allinne mar in *symboaltaal fan 'e affekten*.

[188]

Alle moralen binne, yn tsjinstelling ta it lit-mar-waaie, in die fan tiranny tsjin 'e 'natuer', ek tsjin it 'ferstân': dat is lykwols noch gjin beswier tsjin har, want dan soe men sels wer fan ien of oare moraal út dekretearje moatte dat alle soarten fan tiranny en ûnferstân ferbean binne. It wêzen en alderkostberste oan alle moralen is dat se in lang duorjende twang fertsjintwurdigje: om it stoïsisme of Port Royal of it puritanisme te begripen kin men jin de twang yn it sin bringe dy't oan no ta alle talen sterkens en frijheid brocht hat, – de metryske twang, de tiranny fan rym en ritme. Hoefolle lijen ha yn alle folken de dichters en reedners net hân, – in pear proazaskriuwers fan hjoed net útsûndere dy't yn 'e earen in ûnferbidlik gewisse ha – 'Omwille fan in dwaasheid' lykas utilitaristyske olferts sizze, dy't dêrmei tinke dat se tûk binne, – 'Ut ûnderwurpenens oan willekeurige wetten', lykas de anargisten sizze, dy't dêrmei tinke dat se 'frij', ja sels frije geasten binne. Feit is lykwols, wûnderlik genôch, dat alles wat der op ierde oan frijheid, subtilens, dapperheid, dûnsjen en masterlike wissigens is of west hat - oft it no yn it tinken is of yn it regearjen of yn it praten en ompraten, yn 'e keunsten likegoed as yn 'e seedlikens - him earst troch de 'tiranny fan sokke willekeurige wetten' ûntjûn hat; en yn alle serieuzens, der is net in lytse kâns dat dat no krekt 'natuer' en 'natuerlik' is – en *net* it 'lit-mar-waaie!' Alle keunstners witte hoe fier as har 'natuerlikste' tastân fan it lit-mar-waaie ôf stiet, it frije oarderjen, delsetten, fêstlizzen, foarm jaan yn amerijen fan 'ynspiraasje',

– en hoe strang en subtyl as se krekt dan oan tûzenen wetten hearrich binne dy't de gek ha mei alle begrypsformulearringen (ek it meast fêste begryp hat, yn dat ljocht, wat sweverichs, wat yngewikkelds en mear as ien betsjutting –). It wêzentlike, 'yn 'e himel en op ierde', sa't it skynt, is nochris sein, dat der lang en ien kant út *bearrigens* is: dêrby komt en kaam der op 'en doer altyd wat út dat it de muoite wurdich makket en libje op dizze ierde, bygelyks deugd, keunst, muzyk, dûnsjen, ferstân, yntellekt, – wat dat glâns jout, raffinemint, gek en godlik tagelyk. De lange ûnfrijens fan 'e geast, de mistrouwige twang yn 'e oerdraachberens fan tinzen, de dissipline dy't de tinker him oplei om binnen in tsjerklik en hoask ramt of fan aristoteleske ûnderstellingen út te tinken, de lange geastlike wil om alles wat bart neffens in kristlik skema út te lizzen en de kristlike god sels noch yn alle tafallichheden wer te ûntdekken en te rjochtfeardigjen, – al dat geweld, dy willekeur, dy hurdens, dy heislikens, dat ûnferstân, dat hat bliken dien it middel te wêzen dêr't de Europeeske geast syn sterkens, syn ûnmeilydsume nijsgjirrigens en subtile beweeglikens mei oankweekt hat: tajûn, dêrby moasten likegoed ûnbidige en ûnferfangbere stikken krêft en geast ferdrukt, smoard en ferdoarn wurde (want hjir lykas oeral lit 'de natuer' har sjen sa't se is, yn al har rije en *ûnferskillige* gruttens, dy't argewaasje opropt, mar foarnaam is). Dat jiertûzenen lang de Europeeske tinkers allinne mar neitochten om wat te bewizen – hjoeddedei is by ús in tinker fertocht dy't 'wat bewize wol' – , dat by har altyd yn it foar al fêst stie wat har strangste neitinken as risseltaat opsmite *moatte* soe, likernôch lykas eartiids by de Aziatyske astrology of lykas hjoeddedei noch by de naïve kristlik-morele útlis fan 'e neiste persoanlike wederwarichheden 'ta de eare fan God' en 'ta it heil

fan 'e siele': – dy tyranny, dy willekeur, dy strange en grandioaze domheid hat de geast *grutbrocht*; de slavernij is, blykber, yn 'e rûgere en subtilere sin fan it wurd it ûnmisbere middel ek foar it dissiplinearjen en opkweekjen fan 'e geast. Men sjocht it by alle moralen: de 'natuer' yn har is it dy't de haat tsjin al it 'lit-mar-waaie', tsjin 'e al te grutte frijheid oanleart en dy't it ferlet fan ôffrede kimen, oan oersichtlike taken oankweekt, – dy't de beheining fan perspektyf, en dus yn in beskate sin fan it wurd de dommens, as in betingst foar libben en waaksdom leart. 'Silst hearrich wêze, oan immen, foar langere tiid; oars giest te sink en ferlieste alle selsrespekt' – dat, sa liket it my ta, is de morele ymperatyf fan 'e natuer, dy't lykwols net 'kategoarysk' is, sa't de âlde Kant derfan ha woe (dêrfandinne dat 'oars'), noch foar yndividuen ornearre is (wat jout de natuer om yndividuen!), mar foar folken, rassen, tiidrekken, klassen, en yn it foarste plak foar it dier 'minske' yn syn hiele hear en fear, foar *de* minske.

[189]

It kostet de skrepsume rassen in protte muoite en fernear it neatdwaan: it wie in masterstik fan it *Ingelse* ynstinkt en meitsje de snein sa hillich en ferfeelsum dat de Ingelsman dêrtroch ûngemurken wer nei de nije wike en syn wurkdagen útseach: – as in soarte fan tûk betocht en tûk ynlaske *fêstjen*, lykas ek yn 'e antike wrâld in protte te obstrewearjen is (al is it ek, lykas binlik by súdlike folken, no net sa lyk mei betrekking op 'e arbeid –). Der moatte in protte soarten fan fêstjen wêze; en oeral dêr't machtige driuwfearren en gewoanten foar master opslane, moatte de wetjouwers der foar soargje en laskje rêstdagen yn, dat sa'n driuwfear oan it keatling lein wurdt en wer ris

leart wat honger is. Op in heger nivo fan analyze ferskine hiele generaasjes en tiidrekken, as se yn 'e grip fan in moreel fanatisme optrede, as sa'n ynlaske twang- en fêsteltiid, in tiid dat in driuwfear leart him lyts te meitsjen en him te ûnderwerpen, mar ek om him *te himmeljen* en *op te skerpjien*; guon filosofyske sekten allyksa (bygelyks de Stoa midden yn 'e Hellenistyske kultuer en syn mei afrodisyse roken beloege, gleone atmosfear) passe yn sa'n útlis. – Dêrmei is ek in fingerwizing jûn as ferklearring fan 'e paradoks, wêrom as krekt yn it kristlikste tiidrek fan Europa en überhaupt pas ûnder druk fan kristlike noarmen en wearden de driuwfear fan 'e seksualiteit sublimearre en leafde (amour-passion) wurden is.

[190]

Der is wat yn 'e moraal fan Plato, dat eins net by Plato heart mar allinne yn syn filosofy fûn wurdt, men soe hast sizze kinne, bûten Plato om: en dat is it sokratisme, dêr't er eins te foarnaam foar wie. 'Gjinien wol himsels skea oandwaan, dêrom bart alle ferkeardens ûnfrijwillich. Want dy't ferkeard is docht himsels skea oan: dat soe er net dwaan as er wist dat it ferkearde ferkeard is. Sadwaande is de ferkearde allinne troch in fersin ferkeard; helpt men him fan syn fersin ôf, dan makket men him needsaaklik – goed.' – Dat soarte fan redenearring sit in rookje fan 'e *gewoane man* oan, dy't by it ferkeard hanneljen allinne each hat foar ellindige gefolgen en eins oardielet 'it is *dom*, om ferkeard te dwaan'; wylst er 'goed' samar mei 'nuttich en noflik' lykslacht. Men mei by alle nuttichheidstinken yn 'e moraal by foarrie oan sa'n oarsprong tinke en jins noas folgje: men sil jin komselden fersinne. – Plato hat alles dien om wat subtyls en foarnaams yn 'e stelling fan syn learaar te lizzen, op

it foarste plak syn eigen persoan –, hy, de drystmoedichste yn it ynterpretearjen, dy't hiele Sokrates as in populêr tema en lietsje fan 'e strjitte oppikte om it yn it ûneinige en ûnmooglike te fariearjen: yn al syn eigen maskers en dûbelsinnichheden. Mei in grapke derby, en dat dan ek noch homearysk: wat is de platoanyske Sokrates oars as:

pròsJe Pl ðtwn ¥piqšn te Pl Útwn mšssh te C.maira
(Plato fan foaren, Plato fan efteren en in drôge dêr betusken.)

[191]

It âlde teologyske probleem fan 'leauwe' en 'witte' – of, dúdliker, fan ynstinkt en ferstân – dus de fraach oft by it fêstlizzen fan 'e wearde fan dingen it ynstinkt mear gesach fertsjinnet as de ferstannigens, dy't neffens redenen, neffens in 'wêrom', dus neffens doelmjittigens en nuttigens wurdearje en hannelje wol, – it is noch hieltyd dat âlde morele probleem sa't it te'n earsten yn 'e persoan fan Sokrates foar it ljocht kaam en dat lang foar it kristendom de geasten al ferdiel hat. Sokrates sels hie him mei de smaak fan syn talint – dy fan in oermachtich dialektikus – oan 'e kant fan it ferstân opsteld; en it is wier, wat hat er syn hiele libben oars dien, as laitsje om 'e ûnhandige ûnbeholpenens fan syn foarname Ateners, dy't minsken fan it ynstinkt wiene lykas alle foarname minsken en nea foldwaande ynformaasje oer de redenen fan har hanneljen jaan koene? By einsluten lykwols, yn stilte en yn it geheim, lake er ek om himsels: hy fûn by himsels, by syn eigen subtilere gewisse en selsûnderfreging, deselde swierrigens en ûnbeholpenens. Mar wêrom, sei er tsjin himsels, soe men jin dêrom fan 'e ynstinkten losmeitsje! Men moat har en *ek* it ferstân har rjochten jaan, – men moat de ynstinkten folgje, mar it ferstân omprate om har dêrby mei goede redenen

te helpen. Dat wie de eigentlike *ûnearlikheid* fan dy grutte, heimsinnige iroanikus; hy brocht syn gewisse derta en wês mei in soarte fan jinsels-ferrifeljen tefreden: yn lêste ynstânsje hie er de yrrasjonelens yn it morele oardiel trochsjoen. – Plato, yn sokke dingen ûnskuldiger en sûnder de slûchslimmens fan 'e gewoane man, woe út alle macht – de grutste macht dy't oan no ta in filosoof ta syn foldwaan hie – foar himsels bewize dat ferstân en ynstinkt út harsels op ien doel tageane, op it goede, op 'god'; en sûnt Plato bewege alle teologen en filosofen har yn deselde baan, – dat wol sizze, yn dingen fan 'e moraal hat oan no ta it ynstinkt, of sa't de kristenen it sizze 'it leauwe', of sa't ik it sis 'it fee' de oerwinning behelle. Men moat foar Descartes in úsûndering meitsje, de heit fan it rasjonalisme (en dus de pake fan 'e revolúsje), dy't allinne oan it ferstân autoriteit jaan woe: mar it ferstân is net mear as in stik wurkark en Descartes wie oerflakkich.

[192]

Wa't de skiednis fan ferskillende wittenskippen neirûn hat, dy fynt yn har ûntjouwing in helpmiddel om de âldste en platste stadia fan alle 'witten en ynsjoch' te begripen: yn beide gefallen komme de oerhastige hyptezen, de optinksels, de goede, domme wil om te 'leauwen', it brek oan mistrouwen en geduld it earst nei foaren, – ús sinnen leare it pas let, en leare it nea hielendal, en wês trouwe, subtile, hoedene organen fan it ynsjoch. Foar ús each is it noflikker en produsearje by in beskate prikel in al earder produsearre byld, as om it ôfwikende en it nije by him fêst te hâlden: it lêste ferget mear krêft, mear 'moraliteit'. Wat nijs te hearren is foar it ear pynlik en dreech; frjemde muzyk hearre wy net goed. Unwillekeurich besykje wy, as wy in

frjemde taal beharkje, de beharke lûden yn wurden yn te passen dy't ús fertroud en hiem binne: sa makken bygelyks de Dútsers eartiids fan it beharke 'arcubalista' it wurd 'Armbrust'. Op it nije reagearje ek ús sinnen fijannich en tsjinnich; en überhaupt binne by de 'simpliste' sintúglike prosessen de affekten lykas bangens, leafde, haat, en ek it passive affekt fan 'e lammenadigens, *baas*. – Likemin as in lêzer hjoeddedei de aparte wurden (lit stean de wurdliiden) fan in side allegear lêst – hy pikt fan 'e tweintich wurden op 'e gok likernôch fiif út en 'riedt' de betsjutting dy't der nei alle gedachten by heart – , al likemin sjogge wy in beam eksakt yn syn hiele hear en fear, wat blêden, tûken, kleuren, foarm oanbelanget; it is safolle makliker foar ús, en fantasearje de beam sa rûchwei byinoar. Sels midden yn 'e seldsumste ûnderfiningen dogge wy it noch krekt sa: wy dichtsje it grutste part fan 'e ûnderfining byinoar en binne der hast net ta te twingen om net as 'optinker' fan ien of oar barren ta te sjen. Dat alles wol sizze: wy binne troch ende wer troch, fan âlds – *wend om te ligen*. Of om it deugdsumer en hypokriter, koartsein noflikker te sizzen: men is folle mear keunstner as men wit. – Yn in libben petear sjoch ik faak it gesicht fan 'e persoan dêr't ik mei praat, al neffens de tins dy't er útdrukking jout of dy't ik tink dat ik by him oproppen ha, sa dúdlik en yn detail foar my, dat dy graad fan dúdlikens de *krêft* fan myn gesichtsfermogen fier te boppen giet: – de detailearing fan it spierespul en fan 'e útdrukking fan 'e eagen moat dus wol troch my optocht wêze. Fan neisten luts dy persoan in hiel oar gesicht of hielendal gjint.

[193]

Quidquid luce fuit, tenebris agit (Wat yn it ljocht wie, giet fierder yn it tsjuster): mar ek oarsom. Wat wy yn 'e dream

meimeitsje, oannommen dat wy it faak meimeitsje, heart op it lêst by it meubilêr fan ús siele likegoed as eat dat wy 'echt meimakke' ha: dêrmei binne wy riker of earmer, ha wy in ferlet mear of minder en rinne lang om let midden op 'e dei, en sels op 'e fleurichste en wekkerste stuiten fan ús geast, in bytsje yn it helter fan 'e oanwensten fan ús dreamen. Stel dat ien yn syn dreamen faak flein hat en lang om let, sa gau't er dreamt, him fan in krêft en keunst fan it fleanen as fan syn foarrjocht bewust wurdt, en ek as fan syn eigenst, de wangeunst fan oaren weardich lok: sa'n ien dy't tinkt dat er mei in minimale oanset sa mar troch alle bochten en hoeken kin, dy't it fiellen fan in beskate godlike lichtfeardigens ken, in 'nei-boppen' sûnder spanning en twang, in 'nei-ûnderen' sûnder minachting en fernedering – sûnder *dregens* – hoe soe immen mei sokke dreamûnderfiningen en dreamoanwensten net lang om let ek foar syn dei en wekker wêzen it wurd 'lok' in oare kleur en ynfolling jaan! Hoe soe er net *oars* nei lok – ferlangje? 'In djippe ûnderfining', lykas troch dichters beskreaun, moat him, as er it mei dat 'fleanen' ferliket, al gau te ierdske, spierich, gewelddiedich, al gau te 'dreech' talykje.

[194]

Ungelikensens tusken minsken oppenearret him net allinne yn ûngelikense eigendomsynventarissen, mar ek yn dat se ûngelikense dingen it neistribjen wurdich achtsje en ek dat se it oer it mear en minder fan 'e wearde, oer de rangoarder fan algemien erkende saken net meiïoar lykfine kinne: – it blykt noch mear út wat se ûnder it wurklik *hawwen en besitten* fan in saak fersteane. Oanbelangjende in frou bygelyks ferstiet de beskiedene dêrûnder al it ta syn foldwaan ha fan de lea en de slachtlike wille as fol-

dwaans- en foldwaningkritearium fan it hawwen, fan it besitten; in oar, mei syn erchtinkender en sinniger besitshonger, sjocht it 'fraachteken', it inkeld skynbere yn sok hawwen en wol subtilere bewizen, fral om te witten oft de frou har net allinne oan him jout, mar ek foar him opjout wat se hat of ha wolle soe – : pas *dan* is se neffens him 'besit'. In tredde is lykwols sels dêr noch net oan 'e ein fan syn mistrouwen en hawwe-wollen, hy freget him ôf oft de frou, as se alles foar him opjout, dat miskien net foar in drôchbyld fan him docht: hy wol earst yngeand, ja djipgeand kend wurde, om überhaupt objekt fan leafde wêze te kinnen, hy weaget it en lit him yn 'e kaart sjen –. Hy fielt pas dat er syn faam folslein yn syn besit hat, as se harsels oangeande him net mear foar de gek hâldt, as se him om syn divelskens en ferburgen ûnbesêdens likefolle leaf hat as om syn goedens, geduld en yntellekt. En dy dêr soe in folk besitte wolle: en alle hegere Cagliostro- en Catilina-keunsten fynt er foar dat doel goed. In oar, mei in subtilere besitshonger, seit tsjin himsels: 'Men mei net ferrifelje, dêr't men besitte wol' – , hy is rekke en ûngeduldich by it idee dat in masker fan him it hert fan it folk bestjoert: 'Dat ik moat my kenne *litte* en, earst, moat ik mysels kenne!' By helpsume en goeddiedige minsken fynt men hast as regel dy lompe slûchslimmens dy't him, dy't holpen wurde moat, earst klearmakket foar help: as soe dy bygelyks help 'fertsjinje', krekt nei *bar* help útsjen, en har foar alle help djippe tankberens, oanhinklikens, ûnderwurpenens betoane, – mei dy ynbyldingen beskikke se oer de behoefte as wie er ien fan har eigendommen, sa't se feitlik allinnich út langst nei eigendom goeddiedige en helpsume minsken binne. Se blike oergeunstich te wêzen as men har helpplannen trochkrúst of har foar is. Alden meitsje fan har bern ûnwillekeurich wat dat op har liket – dat neamme

se ‘beskaving bybringe’ – , gjin mem twifelt der yn ‘e grûn fan har hert oan, dat se mei it bern in stik eigendom op ‘e wrâld set hawwe, gjin heit ûntstriidt himsels it rjocht en ûnderwerp it bern oan *syn* ideeën en weardeoardielen. Ja, eartiids like it de heiten binlik ta en beskik nei eigen goedfinen (bygelyks by de âlde Dútsers) oer libben en dea fan in nijberne poppe. En allyk as de heit sjocht ek hjoeddedei noch de learaar, de beropsgroep, de pryster, de foaroanman yn alle nije minsken in probleem- leaze gelegenheid foar nij besit. En dêr folget út...

[195]

De Joaden – in folk ‘berne foar de slavernij’, lykas Tacitus en hiele antike wrâld seit, ‘it útferkarde folk ûnder de folken’, sa’t se sels sizze en leauwe – de Joaden ha dat keunststikje fan ‘e omkearing fan ‘e noarmen en wearden ta stân brocht dat makke dat it libben op ierde in pear millennia lang in nije en nuodlike ferliedingskrêft krige: – har profeten ha ‘ryk’, ‘godleas’, ‘kwea’, ‘gewelddiedich’, ‘sinlik’ gearraand en foar de earste kear it wurd ‘wrâld’ as skelwurd omwurdearre. Yn dy omkearing fan wearden (dêr’t ek by heart dat it wurd ‘earm’ as synonym foar ‘hillich’ en ‘freon’ brûkt wurdt) leit de betsjutting fan it Joadske folk: mei har begjint de *slaveopstân yn ‘e moraal*.

[196]

Men kin it bestean fan ûntelbere tsjustere objekten njonken de sinne *beredene*arje, – sûnder dat wy se ea sjen sille. Dat is, ûnder ús sein, in ferliking; en in moraalspsycholooch lêst it hiele stjerreskrift allinnich as in ferlikings- en symboaltaal, dêr’t in protte mei stilholden wurde kin.

Men misbegrypt it rôfdier anneks de rôfminske (bygelyks Cesare Borgia) wêzentlik, men misbegrypt de 'natuer', sa lang as men noch nei in 'syklikheid' yn it wêzentlike fan 'e sûnste fan alle tropyske ûndieren anneks gewaaksen siket, of sels nei in him oanberne 'hel' – : lykas oan no ta hast alle moralisten dien ha. It liket wol, dat moralisten haat fielle tsjin it oerwâld en tsjin 'e tropen? En dat de 'tropyske' minske ta skea fan alles yn diskredyt brocht wurde moat, itsij as sykte en degene-raasje fan 'e minske, itsij as hel en martler fan himsels? Wêrom dochs? Ta foardiel fan 'e 'midsmjittige sônes'? Te'n geunste fan midsmjittige minsken? Fan 'moralistysken'? Fan midsmjittigen? – Dat foar it haadstik 'Moraal as bangichheid'.

Al dy moralen dy't har rjochtsje op 'e yndividuele persoan, mei it each op syn 'lok' sa't it hjit, – wat binne it oars as gedrachskoades dy't partuerje mei de mjitte fan *faaiens*, dêr't in yndividu mei himsels yn libbet; resepten tsjin syn hertstochten, syn goede en minne oanstriden, foar sa fier ott se de wil ta macht ha en baas spylje woene; lytse en grutte tûkichheden en keunstichheidsjes, mei in sprûtsjerook fan âlde húsmiddeltsjes en âldwivewiisheid; allegear kwa foarm barok en ûnferstannich – om't se har op 'alleman' rjochtsje, om't se generalisearje dêr't net generalisearre wurde mei – , allegear prate se sûnder te relativearjen, nimme se harsels serieuus sûnder te relativearjen, allegear sels net mei ien kerltsje sâlt krûde, miskien pas te fernearen, en bytiden sels ferliedlik, as se it leare mear as krûdich en faai te rûken, fral 'nei de oare wrâld': dat is allegear, yntellektueel besjoen, net folle wurdich en noch lang gjin 'wittenskip',

lit stean 'wiisheid', mar nochris en trijeris sein, tûkens, tûkens, tûkens mongen mei dommens, dommens, dommens, – likefolle as it no dy ûnferskilligens en stânbyldeftige kâldens foar de hjitte dûmens fan 'e affekten oer is, dy't de stoïsy oanretten en oansmarden; of dat net-mear-laitsjen en net-mear-skriemen fan Spinoza, syn sa nayf bepleite fersteuring fan 'e affekten troch analyze en fiviseksje; of dat delbêdzjen fan 'e affekten nei in ûnskealike midsmjittigens dêr't se befredige wurde meie, it aristotelisme fan 'e moraal; sels moraal as nocht oan 'e affekten yn in opsetlike ferwettering en sublimaasje troch de symbolyk fan 'e keunst, bygelyks as muzyk, of as leafde foar God en foar de minske omwille fan God – want yn 'e religy ha de hertsuchten wer boargerrjochten, as se mar ... ; by einsluten sels dy ferguodlikjende en moedwillige oerjefte oan 'e hertstochten, sa't Hafis en Goethe dy ûnderwiisden, dat dappere falle-litten fan 'e leie, dy geastlik-liiflike licentia morum (frijheid fan goeie seden) yn it útsûnderingsgefal fan âlde wize apartelingen en dronkelappen, dêr't it net folle 'kwea mear kin'. Dat ek foar it haadstik 'Moraal as bangichheid'.

[199]

Omreden dat der yn alle tiden, sa lang as der minsken binne, ek minskekeppels west ha (slachten, mienskippen, stammen, folken, steaten, tsjerken) en altyd in hiele soad dy't útfierend wurk dogge yn ferhâlding ta in lyts tal bestjoerders, – yn acht nommen dus dat om sizzen jaan oan no ta it bêst en it langst ûnder de minsken beoefenene en oankweekt is, kin men rêstich oannimme dat hjoeddedei troch de bank nommen by alleman it ferlet dêrfan oanberne is, as in soarte fan *formeel gewisse*, dat gebiedt: 'Do silst dit of dat sûnder ferwin dwaan, dit of dat sûn-

der ferwin litte', koartsein 'Do silst'. Dat ferlet wol befredige wurde en syn foarm mei in ynhâld folmeitsje; dat behoeft taast dêrby, neffens syn krêft, ûngeduld en spanning, net al te keken, as in grutte honger, ta en nimt oan wat him mar fan ien of oare autoriteit – âlden, leararen, wetten, foaroardielen út syn miljeu, publike opinys – yn it ear roppen wurdt. De aparte beheindens fan 'e minsklike ûntjouwing, it wifkjende, langwilige, faak weromrinnende en malkerige dêrfan komt trochdat it groepsynstinkt fan it harkjen nei oaren it bêste en op kosten fan 'e keunst fan it sels kommandearjen urven wurdt. Stelt men jin dat ynstinkt foar yn syn lêste en meast ekstreme konklúzjes, dan binne lang om let de bestjoerders en ûnôfhinklikken simpelwei brek; of se lije fan binnen oan in kwea gewisse en ha it nedich en ferrifelje harsels earst om bestjoere en gebiede te kinnen: nammentlik as soene hja ek allinnich mar nei oaren harkje. Dy tastân bestiet hjoeddedei feitlik yn Europa: ik neam dat it moralistyske hucheljen fan 'e bestjoerders. Hja kinne har oars net foar har kwea gewisse weiwine as troch yn eigen eagen as útfierders fan âldere of hegere rjochtlinen te posearjen (fan it foarteam, fan 'e grûnwet, fan it rjocht, fan statuten of sels fan God) of eigenje har groepsspreukjes fan it groepstinken oan, bygelyks as wiene se 'de earste tsjinstfeint fan it folk' of 'wurkark foar it algemien belang'. Oan 'e oare kant hat de groepsminske hjoeddedei yn Europa de pretinsje dat er de iennichst tastiene minskesoart wêze soe en ferhearliket de eigenskippen dy't him nuet, tolerant en nuttich foar de maatskippij meitsje, as wiene dat de eigentlike minsklike deugden: dus mienskipsin, goedwilligens, konsideraasje, flyt, matichheid, beskiedens, ynskiklikens, meilijen. Dêr't lykwols tocht wurdt dat lieder en liedraam net mear nedich binne, wurdt, troch tûke

groepsminsken yn gearkomsten byinoar op te tellen, kear op kear besocht en ferfang bestjoerders dy't gebiede: dat is bygelyks de oarsprong fan alle represintative demokrasyen. Wat in woldie, wat in ferlossing fan in hast net mear te fernearen druk as de ferskinning fan ien dy't betingstleas kommandearret likegoed foar al dy groepsdiereuropeanen is, dêrfan is it effekt dat de ferskinning fan Napoleon hie it lêste grutte tsjûgenis: – de skiednis fan it effekt fan Napoleon is hast de skiednis fan it hegere lok, dat dizze hiele ieu yn har weardefolste minsken en mominten berikt hat.

[200]

De minske, yn in tiid fan ûntbining dy't rassen en kultueren trochinoar smyt, dy't fan dy gefolgen de erfenis fan in manichfâldich komôf yn syn lea hat, dat wol sizze tsjinoerstelde en faak mear as allinne mar tsjinoerstelde driuwfearren en noarmen en wearden, dy't meïïoar stride en har selden deljouwe, – sa'n minske fan lette kultueren en brutsen ljochten sil trochstrings in swakker minske wêze: syn djipste langst is dat de striid dy't er *is*, ienris de ein fynt; dat lok docht him fral oan him foar, yn oerienstimming mei in delbêdzjend (bygelyks epikuryusk of kristlik) medisyn anneks tinkramt, as it lok fan it bekommen, fan it net steurd wurden, fan 'e sêdens, fan 'e úteinlikse ienheid, as 'sabbat fan 'e sabbatten' om mei de hillige retor Augustinus te praten dy't sels sa'n minske wie. – Wurkje tsjinstelling en striid yn sa'n natuer lykwols as libbensprikel en oanfitering *te mear*, – en is oan 'e oare kant by syn machtige en ûnfermoedsoenlike driuwfearren ek it eigentlike masterskip en raffinemint yn it oarloch fieren mei himsels, dus selsbehearsking en selsferrifeling, oerurven en oankweekt: dan ûntstean dy

betsjoenende ûngrypbere en ûnfoarstelbere, dy foar triomf en ferlieding foarbestimde riedselminsken, dy't it moaist stal krije yn Alcibiades en Caesar (– dêr't ik graach dy *earste* Europeaan neffens myn smaak, de Hohenstauffer Friedrich de Twadde by rekkenje), by de keunstners faaks Leonardo da Vinci. Hja ferskine krekt yn deselde tiden dat it swakkere type, mei syn langst nei rêst, op 'e foargrûn komt: beide typen hearre byinoar en ûntstean út deselde oarsaken.

[201]

Sa lang as de nuttichheid dy't yn moralistyske wearde-oardielen foar master opslacht, allinne de nuttichheid foar de kliber is, sa lang as it each allinne op it behâld fan 'e mienskip rjochte is, en it ymmorele krekt en sûnder útsûndering socht wurdt yn wat foar it bestean fan 'e mienskip gefaarlik skynt te wêzen: sa lang kin der noch gjin 'moraal fan 'e neisteleafde' wêze. Stel, der komme ek dan al gauris lytse bliken foar fan goedwilligens, meilijen, binlikens, myldens, helpferliening oer en wer, stel, der binne ek yn dy tastân fan 'e maatskippij alle driuwfearren warber dy't letter mei earenammen, as 'deugden' oantsjut wurde en by einsluten hast mei it begryp 'moraal' gearfalle: yn sa'n tiid hearre dy bliken noch hielendal net yn it ryk fan 'e morele wearde-oardielen thús – se binne noch *bûtenmoreel*. In hanneling út meilijen hjit yn 'e bêste tiid fan 'e Romeinen noch goed noch ferkeard, noch moreel noch ymmoreel; en al kriget sa'n hanneling sels lof, dan kin dy lof hiel goed fan in soarte fan kiezzige ferachting beselkippe wêze, sa gau as dy hanneling ferlike wurdt mei ien dy't it gehiel, de res publica (it algemien belang) tsjinnet. By einsluten hâldt de 'leafde foar de neiste' altyd wat fan in bysaak, wat fan in konvinsjonele en arbitrêre skyn yn ferhâlding ta de *freze foar de*

neiste. Nei't de struktuer fan 'e maatskippij yn syn gehiel fêstlein is en feilich skynt foar gefaren fan bûtenôf, is it dy freze foar de neiste dy't wer nije morele weardeoardielen en perspektiven skept. Beskate sterke en nuodlike driuwfearren lykas nocht oan nije ûndernimmings, domdrystens, wraaksucht, slûchslimmens, rôfslijens, hearsksuchtigens, dy't eartiids yn har betsjutting foar it algemien belang net allinne eare – ûnder oare nammen fansels as dy't krekt brûkt waarden – , mar sels oanfitere en oankweekt wurde moasten (om't se yn it gefaar fan it gehiel tsjin 'e fijannen fan it gehiel oan ien trie nedich wiene), dy wurde no yn har gefaarlikens dûbel sa sterk field – no, no't de ôffierkanalen foar dy driuwfearren brek binne – en stap foar stap, as ymmoreel, brânmurken en oan it skandesprekken oerjûn. No krije de tsjinoerstelde driuwfearren en oanstriden moreel oansjen; it groepsynstinkt fan 'e keppel lûkt stap foar stap syn konklúzjes. Hoe'n protte of hoe'n bytsje gefaar foar de keppel, gefaar foar de gelikensens as der yn in miening, yn in tastân en affekten, yn in wil, yn in talint beskûl giet, dat bepaalt no de morele perspektiven: de freze is ek dêr wer de mem fan 'e moraal. Troch de heechste en sterkste driuwfearren, as se fol fjoer útbrekking it ynindividu fier boppe de trochsneed en it leechlân fan it gewisse fan 'e keppel út en omheech driuwe, giet it selsrespekt fan 'e mienskip te sink, har leauwe yn harsels, har rêchbonke om it sa te sizzen brekt: dêrom sille se krekt dy driuwfearren brânmerke en berabje. De hege ûnôfhinklike geastlikens, de wil en stean allinnich, it grutte yntellekt wurde al as gefaar field; alles wat it ynindividu boppe de keppel ferheft en de meiminsken freze oanjaget, hjit dan *kwea*; de binlike, beskiedene, him ynskikkende en oanpassende mentaliteit, de *midsmjitte* fan 'e begearten kriget de namme fan moraal en eare. Lang om let, ûnder tige freedsume

omstannichheden, ûntbrekt it hieltyd mear oan gelegenheid en needsaak en bring jins fiellingen strang en hurd grut; en no begjint alle strangens, sels yn 'e gerjochlichheid, it gewisse te narjen; in hege en hurde foarnamens en selsferantwurdlikens mislediget suver en ropt mistrouwen op, it 'laam' en noch mear 'it skiep' wint oan achting. Der is in punt fan syklike ferweakking en sêftens yn 'e ûntjouwingsskiednis fan 'e maatskippij, dat dy sels foar de skeadogger, de *misdiediger*, partij kiest, en dat ek noch ernstich en earlik. Straffe: dat liket de lju op ien of oare manier dan net binlik ta, – wis is dat it idee fan 'straf' en 'straffe moatten' har sear docht, freze oanjaget. 'Is it net genôch en meitsje de misdiediger *ûngefaarlik*? Wêrom noch straffe? It straffen sels is frezelik!' – mei dy fraach lûkt de keppelmoraal, de moraal fan 'e freze, syn lêste konklúzje. Stel, hja koene it gefaar überhaupt, de oarsaak fan it bang wêzen ôfskaffe, dan soene se dy moraal ek ôfskafte ha: dy soe oerstallich wêze, dy *soe himsels beskôgje* as oerstallich! – Wa't it gewisse fan 'e hjoeddeistige Europeaan hifket, sil yn tûzen morele flaters en ferlechjes hieltyd wer itselde gebod fan 'e freze fan 'e keppel werkenne: 'Wy wolle dat der ea, op in dei *neat mear te frezen* is!' Ea, op in dei – de wil en wei *dêrbinne* hjit hjoeddedei oeral yn Europa de 'foarútgong'.

[202]

Lit ús daalks noch ienris sizze wat wy al hûndert kear sein ha: want de earen binne foar sokke wierheden – foar *ús* wierheden – hjoeddedei net fan goede wil. Wy witte mar al te goed hoe misledigjend oft it klinkt as immen de minsken planút en net figuerlik ta de dieren rekkenet; mar it wurdt ús hast as *misdie* oanrekkene dat wy oanbelangjende de minsken fan 'e 'moderne

ideeën' hieltyd wer de wurden 'keppel', 'keppelynstinkten' en oaren allyk brûke. Wat jout it! Wy kinne net oars: want dat is no krekt ús nijste ynsjoch. Wy ha ûntdutsen dat Europa yn alle morele haadsaken en -oardielen ienriedich wurden is, en dêrby ek de lannen rekkene dy't yn Europa's ynfloedssfear lizze: de lju witte blykber yn Europa, wat Sokrates miende net te witten, en wat dy âlde romrofte slang ûnthiet ús te ferdútsen, – de lju *witte* hjoeddedei wat goed en kwea is. No sil it hurd klinke en der gjin ear foar wêze wolle as wy hieltyd wer úthâlde: wat dêr seit dat er wit, wat dêr mei syn lof en straf himsels ferhearliket, wat dêr himsels goed fynt, is it ynstinkt fan it keppeldier minske: dat is trochbrutsen, dat hat oerwicht krigen, it bewâld krigen oer alle oare ynstinkten, en hieltyd mear neigeraden dat de fysiologyske lyksoartigens anneks lykskeakeling, dêr't dat ynstinkt sels in symptoom fan is, oanboazet. *Moraal is hjoeddedei yn Europa keppeldiermoraal*: – dus it is net mear, neffens ús betinken, as in soarte fan minskemoraal, en dêrnêst, dêrfoar, dêrnei binne oaren, in protte oaren, fral *begere* moralen mooglik of soene dat wêze moatte. Tsjin sa'n 'mooglikheid', tsjin sa'n 'soene wêze moatte' ferset dy moraal him lykwols út alle macht: dy seit steech en dreech 'ik bin de moraal sels, en bûten my is gjin moraal!' – ja mei help fan in godstsjinst dy't de sublymste keppelbegearten te wille wie en besjerpslikke, is it sa fier kommen dat wy sels yn 'e politike en maatskiplike ynstellingen in hieltyd better sichtbere útdrukking fan dy moraal fine: de *demokratyske* beweging is it erfgoed fan 'e kristlike. Dat lykwols dy syn faasje foar de ûngeduldiger lju, foar de siken en ferslaafden fan it niisneamde ynstinkt noch fiersten te stadich en slûch is, docht bliken út it hieltyd dûmere âljen, it hieltyd minder bedutsen de toskjen sjen litten fan 'e anargistehûnen dy't no troch de strjitten

fan 'e Europeeske kultuer swalkje: skynber tsjinoersteld oan 'e freedsum-warbere demokraten en revolúsje-ideologen, noch mear oan 'e filosofistyske moksissen en mienskipswepers dy't har sosjalisten neamme en de 'maatskippij frij en blij' ha wolle, yn wurklikheid lykwols allegearre ien yn 'e basale en ynstinktive fijânskip tsjin alle maatskippijfoarmen dy't oars binne as dy fan 'e *autonome* keppel (oant en mei de ôfwizing fan 'e begripen 'hear' en 'feint' ta – ni dieu ni maitre (god noch master) seit in sosjalistysk siske –); ien yn it stoefe ferset tsjin alle bysûndere oanspraken, tsjin alle bysûndere rjochten en foarrjochten (dat betsjut yn lêste ynstânsje tsjin *alle* rjochten: want pas, as alleman gelyk is, hat nimmen 'rjochten' mear nedich –); ien yn it mistrouwen tsjin 'e straffende gerjochtichheid (as wie it in foarm fan geweld tsjin 'e swakkere, in ûnrjocht oan 'e *needsaaklike* gefolgen fan alle eardere maatskippijen –); likegoed ien yn 'e religy fan it meilijen, yn it meifiellen, foar sa fier as mar field, libbe, lijd wurdt (omleech oant en mei it dier, omheech oant en mei 'God': – de bûtensprong fan in 'meilijen mei God' past yn in demokratysk tiidrek –); ien allegear yn 'e gjalp en it ûngeduld fan it meilijen, yn 'e deadlike haat tsjin it lijen überhaupt, yn it hast froulike ûnfermogen om dêr taskôger by wêze te kinnen, om lije *litte* te kinnen; ien yn 'e ûnfrijwillige fertsjustering en fersêfting, yn 'e ban dêrfan liket Europa fan in nij Boeddisme faai te stean; ien yn it leauwe oan 'e moraal fan it *mienskiplike* meilijen, as soe dat de moraal op himsels wêze, as it hichtepunt, it *berikte* hichtepunt fan 'e minske, de iennichste hoop foar de takomst, de treast fan 'e hjoeddeistige minske, de grutte ferlossing fan alle skuld fan eartiids: – fan ien leauwe allegear yn 'e hope op 'e mienskip as de *ferlosser*, yn 'e hope op 'e keppel dus, op 'himsels' ...

Wy, dy't fan in oar leauwe binne – , wy, dy't de demokratiske beweging net gewoan as in foarm fan fersal fan 'e politike organisaasje sjogge, mar as in foarm fan fersal fan 'e minske, as dy syn fermidsmjittiging en weardefermindering: wêr moatte *wy* ús hoop op festigje? – Op *nije filosofen*, der is gjin oare kar; op geasten, sterk en oarspronklik, by steat en jou de tsjinoerstelde weardeoardielen stal en smyt en kear de 'ivige wearden' om; op ôfgesanten, op minsken fan 'e takomst, dy't yn it heden de twang en knoop knotsje dy't de wil fan millennia yn *nije* banen twingt. De minske de takomst fan 'e minske as syn *wil*, as ôfhinklik fan in minskewil, oan te learen en grutte weachstikken en mienskiplike eksperiminten fan foarming en opkweking ta te rieden, om dêrmei de kolossale diktatuer fan 'e ûnsin en fan it tafal, dy't skiednis hjit, oan syn ein te helpen – de ûnsin fan it 'grutste getal' is net mear as de lêste foarm dêrfan – : dêr sil ea in nije soarte fan filosofen en liedslju foar nedich wêze, en ferlike mei it byld fan harren soe alles wat der op ierde oan ferburgene, frezeoanjiende en wolwollende geasten bestien hat der wolris bleek en dwerchachtich útsjen kinne. It byld fan sokke liedslju is it dat *ús* foar eagen stiet: – mei ik it fan jimme lûdop sizze, frije geasten? De omstannichheden dy't men foar har ûntstean foar in part meitsje foar in part benutsje moat; de wegen en hifkingen, dêr't in siel nei sa'n hichte en krêft opgroeie kin om de *twang* ta dy opjeften te fiellen; in omwurdearring fan wearden, dy syn druk en hammer in gewisse mei stiel sterkje en in hert yn brûns feroarje sil, dat er it gewicht fan sa'n ferantwurdlikheid ferneare kin; fan 'e oare kant de needwindigens fan sokke liedslju, it kolossale gefaar dat se weibliuwe of mislearje en degenerearje kinne – dat binne eins *ús* soargen en somberheden,

jim witte it, frije geasten? Dat binne de swiere, fiere tinzen en tongerwolkens, dy't oer de himel fan *ús* libben tsjogge. Grutter sear is der net as ienris sjoen, ret, meifield te hawwen hoe't in bûtengewoane minske út syn baan rekke en degenerearre: wa't lykwols it seldsume each hat foar it totaalgefaar dat de minske sels *degenerearret*, wa't lykas *ús* de kolossale tafalligens werkend hat dy't oan no ta mei it each op 'e takomst fan 'e minske syn spul spile hat – in spul dêr't gjin hân en sels gjin finger fan God oan meidie! – wa't de needlottigens rette, dy't yn 'e ûnsinnige ûnnoazelens en goedens fan fertrouwen fan 'e 'moderne ideeën', en noch mear yn 'e hiele kristlik-Europeeske moraal ferburgen leit, – dy ligt oan in befrezedens dêr't gjin oare mei te ferlykjen is, – hy begrypt ommers mei ien eachopslach wat der allegear noch, by in geunstich garjen en sterkjen fan krêften en opjeften, *fan 'e minske te meitsjen* is, hy wit it mei al it witten fan syn gewisse, hoe't de minske noch ûnbebrûkt is foar de grutste mooglikheden, en hoe faak as de minskesoarte foar heimsinnige beslúten en nije wegen stien hat: – hy wit it noch better, út syn eigen pynlik ûnthâld, troch hokker jammerdearlike dingen in wêzen yn wurding fan 'e heechste rang oan no ta ornaris tebruts, ôfbruts, delsonk, jammerdearlik waard. De *algebiele degeneraasje fan 'e minske*, omleech nei dat wat hjoeddedei sosjalistyske moksissen en leechhollen har 'minske fan 'e takomst' taliket, – har ideaal! – dy degeneraasje en ferlytsing fan 'e minske ta it folsleine keppeldier (of, yn har wurden, ta de minske fan 'e 'frije maatskippij'), dy ferdierliking fan 'e minske ta in dwerchdier fan likense rjochten en oanspraken is *mooglik*, sûnder twifel! Wa't dy mooglikheid ienris te'n ein tocht hat, hat in wearze mear as de oare minsken, – en miskien ek in nije *opjefte!* ...

Sechste haadstik

WY GELEARDEN

[204]

Op it gefaar ôf dat it moralisearjen no ek wer blykt te wêzen wat it altyd al wie – in ûnbeskromme ‘montrer ses plaies’ (jins klachten útwierje), nei Balzac –, woe ik it weagje en bestriid in ûnfoechsume rangferskowing dy’t him hjoeddedei, folslein ûngemurken en mei in goed gewisse, tusken wittenskip en filosofy driget te foltôgjen. Ik bedoel, men moat op basis fan jins *ûnderfining* – ûnderfining betsjut, tinkt my, altyd slimme ûnderfining? – in rjocht ha en praat oer sa’n hegere fraach fan rangoarder mei: om net as blinen oer kleur of as froulju en keunstners *tsjin* ’e wittenskip te argumintearjen (‘Och dy slimme wittenskip’, suchtet har ynstinkt en skamte, ‘dy komt der altyd *achter!*’ –). De ûnôfhinklikheidsferklearring fan ’e wittenskiplike minske, syn emansipaasje fan ’e filosofy is ien fan ’e subtilere byeffekten fan ’e sin foar en ûnsin fan it demokratyske: de selsferhearliking en selsoerskatting fan ’e gelearde bloeit hjoeddedei oeral op en belibbet syn moaiste maitiid, – mar dêrmei is noch net sein dat dy opskepperij lekker rûkt. ‘Los fan alle bazen!’ – dat wol dêr allyksa it plebeyske ynstinkt; en nei’t de wittenskip him mei in protte sukses fan ’e teology losmakke hat, waans ‘tsjinstfeint’ hy te lang west hat, is er der no fôl moed en ûnferstân op út en stel

de filosofy de wet en spylje fan syn kant ienris de ‘baas’ – wat sis ik! – en spylje de *filosoof*. Myn ûnthâld – it ûnthâld fan in wittenskiplike minske, as ik sa frij wêze mei – is oerrinnende fol mei de heechmoedige naïviteiten dy’t ik fan ’e kant fan jonge natuerûndersikers en âlde artsen oer filosofy en filosofen heard ha (om it mar net te hawwen oer de gelearden mei de grutste oplieding en ynbylding, de filologen en pedagogen, dy’t fan berop beide binne –). Dan wer wie it de spesjalist en hokjeplakker dy’t him ynstinktyf tsjin eltse taak fan en fermogen ta syn-teze te war stelde; dan wer de skrepsume bodder dy’t in bewyske fan it oatium en de foarname wielde yn ’e hûshâlding fan ’e siel fan ’e filosoof fernommen hie en him dêrby kronken en belytse fiede. Dan wer wie it de kleureblinens fan ’e nuttichheidsminske dy’t yn ’e filosofy oars neat sjocht as in rige *wjerleine* systemen en in fergriemen fan middels dy’t gjinien ‘te’n goede komme’. Dan ljeppe wer de bangens fan ferkapte mystyk en grinskorreksjes fan it kennen op; dan wer de ferachting foar spesifike filosofen dy’t him as fansels feralgemienisearre ta ferachting fan ’e filosofy. It faakst fûn ik by einsluten by jonge wittenskippers efter de heechmoedige lytsachting fan ’e filosofy de slimme neiwurking fan in filosoof sels, dêr’t se dan oer it generaal net mear nei harken, mar sûnder dat se de ban fan syn ferspjerige weardeoardielen oangeande oare filosofen ferbrutsen: – mei as risseltaat in wranteligens foar alle filosofy oer. (Dat, tinkt my, is bygelyks de neiwurking fan Schopenhauer op it hjoeddeiske Dútslân: – hy hat it mei syn ûnyntelligente grime tsjin Hegel foarinoar krigen en brek de jongste generaasje fan Dútsers los út ’e gearhing mei de Dútse kultuer, in kultuer dy’t, goed besjoen, in heech nivo en in oanfiellende skerpsinnichheid fan ’e *sin foar it histoaryske* represintearre: mar Schopenhauer sels wie krekt op dat punt by

it geniale om't ôf earm, geld, ûnDúts.) Uberhaupt hat it troch de bank nommen fral it minsklik-al-te-minsklike, koartsein de earmoed fan 'e nijere filosofen sels west dy't de earbied foar de filosofy it meast skea dien hat en de doar foar de plebeeyske ynstinkten wiid opdien hat. Tink ris ta yn hoefier oft ús moderne wrâld it type fan Herakleitos, Plato, Empedokles mist en hoe't al dy keninklike en prachtige klúzners fan 'e geast ek hjitte meie; en mei hok goed rjocht as in bêste brave wittenskipper him fan better soarte en komôf fielle *mei* as er de fertsjintwurdigers fan 'e filosofy besjocht dy't hjoeddedei troch de moade ûnder en boppe rûnom te finen binne – yn Dútslân bygelyks de twa liuwen fan Berlin, de anargist Eugen Dühring en de amalgamist Eduard von Hartmann –. It is fral it oansjen fan dy grimalgramelfilosofen dy't har 'werklikheidsfilosofen' of 'positivisten' neamme dat by steat is en rop in nuodlik mistrouwen yn 'e siel fan in jonge, earsuchtige gelearde op: dat binne ommers yn it bêste gefal sels gelearden en spesjalisten, dat leit allegear foar de hân! – dy binne ommers allegear oerweldige en yn it stokramt fan 'e wittenskip *werombrocht*, lju dy't ienris *mear* fan harsels fergen sûnder it rjocht ta dat 'mear' en syn ferantwurdlikens te hawwen – en dy't no earsum, grimich, wraaksuchtich it *ûnleauwe* yn 'e hearetaak en de hearskippij fan 'e filosofy yn wurd en die útdrage. By einsluten: hoe koe it ek oars! De wittenskip bloeit hjoeddedei en hat it goede gewisse oan syn kant wylst datjinge dêr't hiele nijere filosofy njonkelytsen ta ferwurden is, dy hjoeddeiske agger fan filosofy, mistrouwen en mismoedigens, of sels spot en begrutsjen, opropt. Filosofy ta 'kennisteory' reducearre, feitlik net mear as in mijene epochistyk en matichheidslear: in filosofy dy't net oer de drompel slagget en himsels pynlikernôch it rjocht en stap nei binnen ta *ûntseit* – dat is in filosofy dy't op

it stjerbêd leit, in ein, in agony, eat dat begrutsjen oproopt. Hoe kin sa'n filosofy ea – *bearskje!*

[205]

De ûntjouwing fan 'e filosoof stiet tsjintwurdich fan safolle ding faai dat men betwifelje mei oft dy frucht überhaupt noch wol ryp wurde kin. De omfang en de tuorrebou fan 'e wittenskippen is yn it kolossale waakst en dêrmei ek de kâns dat de filosoof al learendewei al wurch rekket of him earne fêsthâlde en 'spesjalisearje' lit: dat er net mear ta syn hichte slagget, ta it oersjen fan 'e dingen, it om him hinne sjen, it *delsjen*. Of hy komt te let boppe, as syn bêste tiid en krêft al foarby binne; of beskeadige, ôfstompt, ûntaarde, dat syn totaaloadiel net folle mear te betsjutten hat. Krekt de subtilens fan syn yntellektuele gewisse hâldt him ûnderweis faak yn en hâldt him op; hy is bang fan 'e ferlieding en wurd in dilettant, in tûzenpoat en mei tûzen fielhoarnen, hy wit mar al te goed dat ien dy't foar himsels de earbiedt ferlern hat ek as man fan ynsjoch net mear de rjochting oanjout, net mear *lieding jout*: of hy moat al in grutte toanielspiler wêze wolle, in filosofyske Cagliostro en rattefanger fan 'e geast, koartsein in ferlieder. Dat is by einsluten in kwestje fan smaak: as it al gjin kwestje fan it gewisse wêze soe. Dêr komt by, om it probleem fan 'e filosoof noch helte swierder te meitsjen, dat er in oardiel, in ja of nee, net oer de wittenskippen mar oer it libben, fan himsels ferget, – dat er ûnjerne leart te leauwen dat er in rjocht of sels in plicht ta dat oardiel hat en dat er allinne troch de ûnlyksoartichste – miskien alderferskuorrendst steurende, fataal fersteurende – ûnderfiningen en faak wifkjend, yn bestân, yn stiltme syn paad nei dat rjocht en dat leauwe sykje moat. Yndie, de kliber hat de filosoof in lang skoft miskend en foar in

oar holden, itsij foar de wittenskiplike minske en ideale gelearde, itsij foar de religieus-ferhevene, los fan wrâld en sintugen, de Goddronekene dweper; en heart men dat hjoeddedei ien priizge wurdt om't er 'wiis' libbet of 'as in filosoof', dan betsjut dat hast oars neat as 'ferstannich en yn stilte'. Wiisheid: dat, tinkt de kliber, is in soarte fan flecht, in middel en in trúkje om jin handich út in faai spul werom te lûken; mar de echte filosoof – dat tinke *wy*, freonen? – libbet 'ûnfilosofysk' en 'healwiis', fral *ûnferstannich*, en fielt it gewicht en de plicht ta hûndert besyksels en besikingen fan it libben: – hy aventueret allegeduerigen *himsels* deroan, hy spilet it faaie spul...

[206]

Ferlike mei in sjeny, dat is in wêzen dat of *oanset* of *berte jout*, beide wurden yn har wiidste omfieming nommen – , hat de gelearde, de wittenskiplike trochsneedminske altyd wat fan in âldfaam: want krekt as dy hat er gjin belul fan 'e twa weardefolste prestaasjes fan 'e minske. Yndie, men skikt by beide, by de gelearde en by de âldfaam, de achtberheid as skeafgoeding yn – men ûnderstreket by beide de achtberheid – en hâldt oan 'e ferplichting fan dat ynskikke moatten deselde ûnnoflike bysmaak oer. Lit ús kreker obstrewearje: wat is de wittenskiplike minske? Alderearst is dat in ûnfoarname minskesoart, mei de deugden dêrneffens, dus sûnder hearskerskwaliteiten, sûnder autoriteit, sûnder it jinsels genôch wêze kinnen: hy is tewurkstelling brek, it geduldich plaknimmen yn it gelid, evenredigens en mjitte yn ambysje en ferlet, hy hat in ynstinkt foar syn gelikensen en foar de ferletten fan syn gelikensen, lykas in stikje ûnôfhinklikheid en griene greide, dy't foar de arbeidsrêst net mist wurde kinne, de oanspraak op respekt en erkenning

(dy't alderearst werkenning, werkenberens foarûnderstelle –), de sinnestriel fan 'e goede namme, de kontinue befestiging fan syn wearde en nut; dêrmei moat it ynderlik *mistroutwen*, de grûnslach yn it hert fan alle ôfhinklike minsken en keppelbisten, hieltyd wer oerwûn wurde. De gelearde hat, lykas binlik is, ek de syklikheden en ûnmanierlikheden fan in ûnfoarname soarte: hy hat in protte lytse oergeunst en hy hat in skerp each foar de minpunten fan natueren, waans hichten hy net oan tippe kin. Hy is fertroulik, mar allinne as ien dy't him gean, mar net *streame* lit; en krekt foar de minsken fan it grutte streamen oer stelt er him safolste kâlder en slettener op, – syn each is dan as in glêde tsjinnige mar, dy't gjin weachje fan útskroevenens, fan meifiellen mear ronfelet. It slimste en faaiste dêr't in gelearde ta by steat is, komt út it ynstinkt fan 'e midsmjittigens fan syn soarte wei: út dat jezuïtisme fan 'e midsmjittigens dat ynstinktyf oan 'e fergrieming fan 'e ûngewoane minske wurket en de opspande bôge besiket te brekken of – leaver noch – ôf te spannen. Want it ôfspannen, mei it each op 'e oar syn wolwêzen fansels – , it mei oansjitsk begrutsjen *ôfspannen*: dat is de úteinlikse keunst fan it jezuïtisme, dat altyd hiel goed wist hoe't it as religy fan it meilijen tagong krije koe. –

[207]

Hoe tankber as men de geast fan *objektivens* ek altyd yn 'e mjitte komme mei – en wa is net alle subjektivens en syn ferflokte ipsissimositeit net alris oan stjerrens ta sêd west! – by einsluten moat men jin ek foar jins tankberens oer foarsichtichheid yn acht leare te nimmen en berongje de oerdriuwing dy't langer de selsleazens en depersonalisaasje fan 'e geast om it samar te sizzen as doel op himsels, as ferlossing en ferhearliking yn 'e hichte

stekt: lykas benammen yn 'e pessimistyske skoalle plichtet te barren, dy't dan ek goede grûnen hat en jou it 'belangeleaze ynsjoch' fan syn kant de heechste eare. De objektive minske, dy't net mear flokt en labbet lykas de pessimist, de *ideale* gelearde, yn wa't it wittenskiplike ynstinkt nei tûzen kear hielendal of heal mislearre te wêzen, ienris ta op- en útbloei komt, is moai wis ien fan 'e kostberste stikken wurkark dy't der binne: mar hy heart thús yn 'e hân fan ien dy't machtiger is. Hy is net mear as in stik wurkark, lit ús sizze: hy is in *spiegel*, – hy is net 'himsels ta doel'. De objektive minske is yndie in spiegel: by alles wat kend wurde wol is de ûnderwerpen him hiem, sûnder oare wille as dy't it kennen, it 'ôfspegeljen' jout, – hy wachtet oant der wat komt en jout him dan breed en sêft del, dat him lichte fuotstappen en it foarby slûpen fan geasteftige wêzens op syn oerflak en hûd net ûntkomme sille. Wat der yn him noch oan 'persoan' oer is, skynt him tafal te wêzen, faak willekeur, noch faker in steurende faktor: sa lyk is er sels in trochpaad en wjerskyn fan fremde stallen en barren wurden. Hy bringt him 'himsels' wer yn it sin, mei lijen, net selden ferkeard; hy betiist himsels samar, hy fersint him oangeande syn eigen ferletten en is allinne op dat punt ûnsubtyl en sleau. Miskien tamtearret syn sûnens him of de nearzigens en sprútsjelucht fan frou en freon, of it brek oan kollega's en selskip, – ja, hy twingt himsels om oer syn tramtaasje nei te tinken: om 'e nocht! Dêr doarmje syn tinzen al wer ôf, nei it *algemienere* gefal, en moarn wit er al likemin as juster wat him helpe kinne soe. Hy hat de earnst foar himsels ferlern, en de tiid ek: hy is fleurich, *net* út brek oan problemen mar út brek oan fingers en hânfetten foar *syn* problemen. It bewende yn 'e mjitte kommen foar alle ding en barren oer, it sintsje fan in bliere gastfrijheid dêr't er alles mar mei nimt wat

op him ta komt, syn hâlding fan goedgeunstichheid sûnder konsideraasje, fan nuodlike soargeleazens om ja en nee: och, it komt fakernôch foar dat er om dy deugden fan him bestraft wurdt! – en as minske wurdt er überhaupt mar al te maklik it ‘caput mortuum’ (deade oanhingsel) fan dy deugden. Wol men leafde en haat fan him, ik bedoel leafde en haat sa’t god, frou en bist dy kenne – : dan docht er wat er kin en jout wat er kin. Mar men moat jin net fernuverje as it net folle is, – as er sjen lit dat er dêr krekt ûnecht, breklik, dubieus en mûgich is. Syn leafde is forsearre, syn haat keunstmjittich en mear in tour de force, in lytse idelheid en lytse oerdriuwing. Hy is no ienris allinne mar echt as er objektyf wêze mei: allinne yn syn fleurige totalisme is er noch ‘natuer’ en ‘natuerlik’. Syn spegeljende en ivich himsels glêdstrikende siele wit net mear fan ja te jubeljen, net mear fan nee te sizzen; hy bekommandearret net; hy fergriemt ek net. ‘Je ne méprise presque rien’ (ik kar hast neat ôf) – seit er mei Leibniz: Harkje goed en ûnderskat net dat ‘presque’! Hy is ek gjin foarbyld foar de minsken; hy rint net foarop noch efternei; hy himt eins út soarte tefolle distânsje fan oaren as dat er grûnen ha soe om tusken goed en kwea partij te kiezen. As men him sa lang foar *filosoof* holden hat, mei de caesaryske opkweker en twangboal fan ’e kultuer, dan hat men him in fiersten te hege eare jûn en syn essinsje oer de holle sjoen, – hy is in stik ark, in stik slaaf, al is er ek de sublymste slavesoarte, op himsels is er lykwols neat, – ‘presque rien’ (hast neat)! De objektive minske is in stik ark, in kostber stik mjitark en spegelkeunstwurk, maklik te beskeadigjen en te ûntregeljen, dat men ûntsjen en yn eare hâlde moat; mar hy is gjin doel, gjin útkomst of opkomst, gjin komplemintêre minske dêr’t al it *oare* bestean syn rjochtfeardiging yn fynt, gjin einsluten – en noch minder in begjin,

in oansetten en earste oarsaak, neat hurds, neat machtichs, neat dat op himsels steld is en hear wêze wol: earder in sêfte, útblasde, subtile, beweeglike pot mei foarmen dy't earst op ien of oare hâld en ynhâld wachtsje moat om himsels syn 'stal te jaan', – ornaris in minske sûnder hâld en ynhâld, in 'selsleas' minske. Dus ek neat foar de froulju, tusken twa heakjes. –

[208]

As tsjintwurdich in filosoof te ferstean jout dat er gjin skeptikus is, – ik hoopje dat men dat út 'e skildering fan 'e objektive geast fan niiskrekt opmakke hat? – dan heart de wrâld dat net graach; men sjocht him der op oan, wat skruten, men soe him safolle freegje wolle, freegje ... ja, bange taharkers, en dy binne der langer by de rûs, neamme him fan dat stuit ôf faai. It is har net liker as hearden se by syn ôfwizing fan 'e skepsis fan fierrens ien of oar boas gerommel wanken, as waard der earne in nije springstof útprobearre, in dynamyt fan 'e geast, faaks in krekt ûntdutsen Russysk nihiline, in pessimisme 'bonae voluntatis', dat net allinne nee seit, nee wol, mar, heislik om te betinken, nee *docht*. Tsjin dat soarte fan 'goede wil' – in wil om wier nee te sizzen tsjin it libben – is der lykas algemien erkend wurdt gjin better sliep- en kalmearringsmiddel as de skepsis, de leave, sêfte, yn sliep reauntsjende sliepdrank fan 'e skepsis; en Hamlet wurdt no sels troch de dokters fan hjoed foarskreaun as middel tsjin 'e 'geast' en syn ûnderhûds rumoer. 'Hat men de earen al net fol fan slim gerommel', freget de skeptikus, as in freon fan 'e rêst en hast as in dokter fan 'e geheime plysje: 'Dat ûnderierdske nee is alderheislikst! Wês no ris stil, jim pessimistyske mollen!' Want de skeptikus, dat sêftsedich kreatuer, wurdt mar al te gau kjel; syn gewisse is der op ôfjage om te riboskjen en fernim by alle nee, en sels al by

in beret lûd ja, wat fan in snútslach. Ja! en Nee! – dat is tsjin syn moraal; oarsom is er der sljocht op en befeestje syn deugd mei in eale ynbanichheid, bygelyks as er mei Montaigne seit: ‘Wat wit ik?’ Of mei Sokrates: ‘Ik wit dat ik neat wit’. Of: ‘Dat doar ik net oan, dêr stiet gjin doar iepen’. Of: ‘Stel dat de doar iepen stie, wêrom dan daalks deryn!’ Of: ‘Wêr binne hastige hyptezen eins goed foar? Hielendal gjin hyptezen meitsje koe wolris in teken fan goede smaak wêze. Moatte jim dan hieltyd wer wat kroms daalks rjocht bûgje? Altyd alle gatten mei in tafallich stoplapke tichtmeitsje? Is dêr gjin gaadliker tiid? Hat de tiid it net oan tiid? Och jim divelsfeinten, kinne jim dan hielendal net *wachtsje*? De ûnwissens hat ek syn sjeu, de sfinks is ek in Circe, Circe wie ek in filosofe.’ – Sa treastget de skeptikus himsels; en it is wier dat de skeptikus wat treast brek is. Want skepsis is de geastlike wjergader fan in beskate komplekse liiflike tastân dy’t men yn gewoane taal sineswakkens en syklikheid neamt; it ûntstiet altyd as rassen of stannen dy’t lang fan inoar skaat wiene op in definitive en hommelse manier trochinoar mjukst wurde. Yn it neiteam, dat, om it sa te sizzen, ûngelikense mjitten en wearden yn it bloed beërvet, is alles opskuor, fersteuring, twifel, besykjen; de bêste krêften remje inoar ôf, de deugden litte inoar net waakse en opwouterje, yn lea en siel is it lykwicht brek, it gewicht en de strekrjochte stabiliteit. Wat lykwols yn sokke krusingen it aldermeast siik wurdt en ûntaardet, dat is de *wil*: hja kenne de ûnôfhinklikens fan beslissen, de dappere wille yn it wollen net mear, – se twifelje sels yn har dreamen oan ’e ‘frijheid fan ’e wil’. Us hjoeddeisk Europa, it toaniel fan in ûnsinnich hommels besykjen om stannen en *dus* rassen radikaal trochinoar te mjuksen, is dêrom skeptysk yn alle hichten en djipten, dan wer mei dy beweeglike skepsis dy’t ûngeduerich

en glei fan 'e iene tûke op 'e oare ljept, dan wer mismoedich as in mei fraachtekens te swier oploege wolke, – en syn wil faak oant stjerrens ta sêd! Wilsferlamming: wêr sjocht men langer dy mankepoaten net sitten! En faak ek noch yn 'e pronk! Hoe leidich oppronke! Der besteane de moaiste pronk- en leagenklean foar dy sykte; en bygelyks it grutste part fan wat him hjoed as 'objektiviteit', 'wittenskiplikheid', 'l'art pour l'art', 'suver wilsfrij ynsjoch' etalearret, is net mear as oppronke skepsis en wilsferlamming, – dy diagnose fan 'e Europeeske sykte stean ik foar yn. De sykte fan 'e wil hat him ûnlykmjittich oer Europa wreide: hy toant him dêr it sterkst en meast kompleks dêr't de kultuer al it langst hiem is, hy minderet neigeraden as 'de barbaar' noch – of wer – ûnder de flodderige klean fan 'e westerske foarming syn rjocht jilde lit. Dêrneffens is yn it hjoeddeiske Frankryk, lykas men like maklik bekonkludearje as mei de lea fernimme kin, de wil it slimst siik; en Frankryk, dat altyd al in mastershân hie om sels de needlottichste sprongen fan syn geast yn in oantrún en ferlieding om te draaien, makket hjoeddedei pas echt as de learskoalle en útstalkast fan alle skeptyske tsjoen syn kulturele oerwicht oer Europa wier. De krêft om te wollen, om eins in wil lang te wollen, is al wat sterker yn Dútslân, en yn it Dútse Noarden wer sterker as yn it Dútse midden; behoarlik sterker yn Ingelân, Spanje en Korsika, dêr mei it flegma, hjir mei hurde koppen ferbûn, – om mar net oer Italië te praten dat te jong is om te bewizen wat it wol, en dat earst bewize moat oft it wolle kin – , mar it aldersterkst en it bjusterbaarlikst yn dat kolosale tuskenryk dêr't Europa by wize fan sizzen yn Azië werom streamt, yn Ruslân. Dêr is de krêft om te wollen sûnt lang sparre en opgarre, dêr wankt de wil – ûnwis oft it in wil is om ja of nee te sizzen – en wachtet dat er mei in Big Bang útinoar ploffe

kin, om in favorite útdrukking fan 'e hjoeddeiske natuerkundigen te brûken. Der soene wolris net allinnich oarloppen yn Yndia en strideraasjes yn Azië nedich wêze kinne om Europa fan syn grutste gefaar te befrijen, mar ek ynderlike revolúsjes, it útinoar spatten fan it ryk yn lytse stikjes en fral de ynfiering fan 'e parlementêre ûnsin, dêrby ek de ferplichting foar alleman om by it moarnsiten te krantlêzen. Ik sis net dat dat myn winsk is: my soe it tsjinoerstelde dierberder wêze – ik bedoel dêrmei dat de driging fan Ruslân sa bot oanboazet dat Europa beslute moat en wurd in allike grutte driging, dat wol sizze, en *krij ien wil*, troch it middel fan in nije kaste dy't hearsket oer Europa, in lange, njoere, eigen wil, dy't him oer milennia hinne in doel sette kin: – dat der lang om let in ein komt oan 'e lang útrutsene komeedzje fan syn nearzige steatsjes en al syn dynastyske en demokratyske wiltsjes. De tiid fan lytse polityk is foarby: it oankommende millennium bringt de striid om 'e hearskippij oer de ierde, – de *twang* ta de grutte polityk.

[209]

Yn hoefier as it nije striderige tiidrek dat wy Europeanen blykber yn stapt binne, miskien ek geunstich is foar de ûnjouwing fan in oare en sterkere foarm fan skepsis, dêr woe ik ynearsten allinne wat fan trochskine litte troch in ferhaaltsje te fertellen dat de freonen fan 'e Dútse skiednis wol begripe sille. In alderdusdanichsten leafhawwer fan moaie, kante grenadiers, dy't as kening fan Prusen in militêr en skeptysk sjeny – en dêrmei eins dat nije mar mei sukses opkommen Dútse type – op 'e wrâld sette, de dubieuze healwize heit fan Frederik de Grutte, hie op ien punt sels de goede greep en lokkige hân fan it sjeny: hy wist wat Dútslân doedestiids miste, en hokker brek hûndert kear

njoerder en driuwender wie as bygelyks it brek oan kultuer en maatskiplike foarming, – syn tsjinnigens tsjin 'e jonge Frederik kaam út 'e bangens fan in djip ynstinkt wei. *Mannen misten*; en hy hie der in erch yn, en it fertrette him alderfûleinichst, dat syn eigen soan net mânskernôch wêze soe. Op dat punt fersinde er him: mar wa soe him yn syn plak net allyk fersind ha? Hy seach dat syn soan yn 'e delklits fan it ateïsme, de esprit, de willeslike lossinnigens fan geastrike Frânsen foel: – hy seach yn 'e eftergrûn de grutte bloedsûger, de spin skepsis, hy ergere de ûngenêslige jammerdearlíkens fan in hert dat foar it kwea likemin as foar it goede noch hurdernôch is, in tebrutsene wil dy't net mear gebiedt, net mear gebiede *kin*. Mar wylst woeks yn syn soan dy nije, faaiere en hurdere soarte fan skepsis – wa wit, *hoe lyk* krekt fan 'e haat fan 'e heit en fan 'e izige mankelikens fan in iensum makke wil begeunstige? – de skepsis fan 'e drystmoedige manlikheid, dy't de bejeftiging om te kriigjen en te oermasterjen it neist besibbe is en yn it stal fan 'e grutte Frederik syn earste gong troch Dútslân makke. Dy skepsis ferachtet en oermasteret nettsjinsteande; hy ûnderwrot en nimt yn besit; hy leaut net, mar ferliest him dêr net by; hy jout de geast in faaie frijheid, mar hy hâldt it hert strang; dat is de *Dútse* foarm fan skepsis dy't, as in trochgeand en yn it geastlike trochgroeid frederiksianisme Europa in aardich skoft ûnder it bewâld fan 'e Dútse geast en syn kritysk en histoarysk erchtinken brocht hat. Troch it net te bedimjen sterke en taaie manlike karakter fan 'e grutte Dútse filologen en histoaryske kritisy (dy't goed besjoen allegear ek masters yn it fernielen en ûntregeljen wiene) waard stadichoan nettsjinsteande alle romantyk yn muzyk en filosofy in *nij* begryp fan Dútse geast fêstlein, dêr't de eigenskip fan manlike skepsis him op beslissende wize yn oppenearre: itsij bygelyks as ûnfer-

feardens fan blik, itsij as dapperens en hurdens fan 'e ûntlidzjende hân, as de taaie wil om op faaie ûntdekkingsreis, om op noardpoalekspedysjes fan 'e geast te gean ûnder grime en faaie útspansels. Der meie goede redenen foar wêze as de waarmbloedige en oerflakkige minsklikheidsminsken krekt by dy geast in krúske slane: 'cet esprit fataliste, ironique, méphistophélique' (dy fatalistyske, iroanyske, mefystofelyske geast) neamt har, net sûnder te riboskjen, Michelet. Mar as men neifielle wol hoe karakteristyk as dy bangens foar de 'man' yn 'e Dútse geast is, dy't Europa út syn 'dogmatysk dodzjen' wekker makke hat, dan moat men jin it doetiidske begryp yn it sin bringe dat mei dat dodzjen oerwûn wurde moast, – en hoe't it noch net lang ferlyn is dat in manwiif it yn har ûnberonge eigenwizens oandoarde en rekommandearje de Dútsers as dielnimmers oan it Europeeske barren oan as sêfte, goedige, wilsswakke en dichterlike knoffelhakken. Men sil dan doch lang om let ek wat fan 'e fernuvering fan Napoleon begripe doe't er Goethe te sjen krige: it ferriedt wat men ieuwen lang ûnder de 'Dútse geast' ferstien hie. 'Voilà un homme!' – dat wol sizze: 'Dat is in *man*! En ik hie net mear as in Dútser ferwachte!' –

[210]

Oannommen dus dat yn it byld fan 'e filosofen fan 'e takomst oan in beskate karaktertrek ret wurde kin, oft se faaks net yn niisneamde betsjutting skeptisy wêze moatte, dan soe dêrmei lykwols allinnich mar in trek fan har oantsjut wêze – en *net* hja sels. Mei itselde rjocht mochten se harsels kritisy neamme litte; en moai wis dat it minsken fan it eksperimint wêze sille. Troch de namme dêr't ik har mei doarde te dope n haw ik it probearjen en de nocht oan it probearjen al útdruklik ûnderstreke:

barde dat om't se, as kritisy yn ieren en sinen, it eksperimint leafst yn in nije, miskien rommere, miskien faaiere betsjutting benutsje wolle? Moatte se, yn har gleonens om ynsjoch, mei har drystmoedich en pynlik besykjen fierder gean as de tearhertige en ferweakke smaak fan in demokratysk tiidrek goedkrije kin? – It stiet net yn bestân: dy nijkommers sille it minst dy serieuze en net ûndubieuze eigenskippen misse meie, dy't de kritikus fan 'e skeptikus ûnderskiede, ik bedoel de fêstens fan wearden en mjitten, it bewust hanthavenjen fan in ienheid fan metoade, de moed mei belied, it allinnich stean en jinsels ferantwurdje kinnen; ja, hja steane harsels *wille* yn it 'nee'-sizzen ta en it ûntlidzjen en in beskate, evenredige wredens dy't it knyft wis en krekt hantearret, sels noch as it hert blet. Hja sille *burder wêze* (en miskien net allinne tsjin harsels) as dat humane minsken faaks winskje, hja sille har net mei de 'wierheid' ynlitte om't dy har 'foldocht' of 'ferheft' en 'de siele wjokken jout': – hja sille earder net gau leauwe dat krekt de *wierheid* sokke noflikheidsjes foar it fiellen meibringt. Hja sille wat laitsje, dy strange geasten, as ien tsjin har seit 'Dy gedachte ferheft my: hoe kin dy ea ûnwier wêze?' Of: 'Fan dat wurk bin ik út 'e skroeven: hoe kin it dan net moai wêze?' Of: 'Dy keunstner makket dat ik my grut fiel: hoe kin er dan gjin grut keunstner wêze?' – hja glimkje miskien net allinnich, mar fielle in echte wearze om al sok dweperich, idealistysk, feminyn, hermafrodysk gedoch, en wa't har yn 'e geheime keamers fan it hert folgje koe, soe dêr net gau de bedoeling fine en fermoedsoenje 'kristlike fiellingen' mei de 'antike smaak' of sels mei de 'moderne parlementêre demokrasy' (dy fermoedsoenlikheidsslijens sil yn ús ûnwisse dus fermoedsoenlikheidsslije ieu sûndermis sels by filosofen te finen wêze). Dissipline yn 'e krytyk en fierder alle oanwenst dy't

suverens en strangens yn saken fan 'e geast begeunstigje sille dy filosofen fan 'e takomst fan harsels fergje: sterker noch, hja sille dêr as har sier en tier sels mei pronkje, – nettsjinsteande wolle se dêrom noch gjin kritisy hjitte. Hja tinke dat de filosofy net in bytsje húnd wurdt as men dekretearret lykas hjoed sa graach dien wurdt: 'Filosofy sels is krityk en krityske wittenskip – en oars neat!' Al kriget dat weardeoardiel oer de filosofy de blide byfal fan alle positivisten fan Frankryk en Dútslân (– en it soe bêst mooglik wêze dat it sels hert en smaak fan *Kant* flaaie hie: bring jim mar de titels fan syn haadwurken yn it sin –), ús nije filosofen sille nettsjinsteande sizze: kritisy binne wurkark fan filosofen en krekt dêrom, as wurkark, sels noch lang gjin filosofen! De grutte Sinees fan Königsberg wie ek net mear as in grut kritikus. –

[211]

Ik sil hieltyd wer sizze dat it no ris út wêze moat en lit filosofyske arbeiders en wittenskippers überhaupt foar filosofen trochgean, – krekt dêr moat men strang 'alleman sines' en dy net te folle en dy net te min jaan. It mei foar de foarming fan in echte filosoof nedich wêze dat hy sels ea ek op 'e legere trimen stien hat dêr't syn tsjinstfeinten, it wittenskiplik wurkfolk fan 'e filosofy, stean bliuwe, – stean bliuwe *moatte*; hy moat sels miskien kritikus en skeptikus en dogmatikus en histoarikus en boppedat dichter en samler en reizger en riedselrieder en moralist en sjogger en 'frije geast' en benei alles west ha om de krite fan 'e minsklike wearden en weardefiellingen troch te rinnen en mei allerhanne eagen en konsjinsjes, út 'e hichte wei yn alle fierten, út 'e djippte wei yn alle hichten, út in hoekje wei yn alle bridten, sjen te *kinnen*. Dat alles is lykwols net mear as in tarieding op syn opjefte: dy opjefte sels

wol wat oars fan him, – dy wol, dat er *wearden skept*. Filosofyske arbeiders neffens it nommele model fan Kant en Hegel moatte in grut feitebestân fan wearde-oardielen – dat wol sizze fan wearden dy't ea *fêststeld*, kreëarre binne en begûnen te oerhearskjen en in skoft lang 'wierheden' neamd binne – oanlizze en yn kategoryen beskriuwe, likefolle oft se út 'e wrâld fan 'e *logika* of de *polityk* (it morele) of de *keunst* komme. Dy ûndersikers ha as taak en meitsje al dat oan wearden makke en bard is oersichtlik, oertinkber, befetlik, hantearber en koartsje al dat lange, ja 'de tiid' sels ôf, en *oerweldigje* it hiele ferline: in kolossale en wûndermoaie opjefte, dêr't alle subtile grutskens, alle taaie wil grif befrediging yn fine kin. *De eigentlike filosofen binne lykwols wet- en liedingjourners*: hja sizze 'sa *moat* it', hja bepale pas it wêrhinne en it wêrfoar fan 'e minske en ha dêrby it foarwurk fan alle filosofyske arbeiders, fan alle oerweldigens fan it ferline ta har foldwaan, – hja gripe mei skeppershân nei de takomst en alles wat is en wie wurdt har dêrby in middel, in stik ark, in hammer. Har 'kennen' is *skeppen*, har skeppen is wetjaan, har wil ta wierheid is – *wil ta macht*. – Binne der tsjintwurdich sokke filosofen? Ha der al ris sokke filosofen west? *Moatte* der net ris sokke filosofen komme?...

[212]

It liket my hieltyd mear sa te wêzen dat de filosoof as *needsaaklik* minske fan moarn en oaremoarn altyd mei syn eigen tiid yn tsjinspraak is en wêze *moat*: syn fijân wie altyd it ideaal fan syn eigen tiid. Oan no ta ha al dy bûtenwenstige oantrúnders fan 'e minske dy't men filosofen neamt en dy't harsels komselden freonen fan 'e wiisheid mar earder net noflikke narren en nuodlike fraachtekens fielden – , ûntdutsen dat it har opdracht wie, har hurde opdracht dy't se net woene, mar net ôfwize

koene, by einsluten dat it ek de gruttens fan har opdracht wie om it kwea gewisse fan har eigen tiid te wêzen. Troch krekt de *deugden fan har tiid* it fiviseksjeknyft op 'e boarst te setten, ferretten se wat har eigen geheim wie: dat se weet hiene fan in *nije* gruttens fan 'e minske, fan in nij noch net begien paad dêrhinne. Hieltyd wer leinen se bleat hoe lyk as hypokrisy, gemaksucht, it jinsels gean litten en jinsels falle litten ûnder de meast respektarre soarte fan moraal fan har tiidgenoaten beskûl gie, hoefolle deugd as *oerlibbe* wie; hieltyd wer seinen se: 'Wy moatte fierder, dat út, dêr't jim hjoed it minst thús binne.' Yn it oansjen fan in wrâld fan moderne ideeën dy't alleman yn in hokje en 'spesjaliteit' fange wol, sil in filosoof, as der hjoeddedei filosofen wêze kinne, twongen wêze en bring de gruttens fan 'e minske, it begryp 'gruttens' krekt yn syn swidens en mannichfâldigens, yn syn folsleinens by it mannichfâldige ûnder: hy soe sels wearde en rang ôfhingje litte, fan hoefolle en fan hoefolle ûngelyksoartichs as ien drage en op him nimme kin, hoe *fier* as ien syn ferantwurdlikheid spanne kin. De smaak en de deugd fan 'e tiid fan no ferswakke en fertinje de wil, neat is sa karakteristyk foar dizze tiid as wilsswakte: dat, neffens it ideaal fan 'e filosoof moatte krekt wilssterkte, hurdens en it fermogen om langfiemjende beslúten te nimmen by it begryp 'gruttens' hearre; mei in like goed rjocht as de omkearde lear en idealen fan in dompe, dimmene en selsleaze minsklikheid in omkeard tiidrek oanmetten wie, sa'nent dy't lykas de sechtjinde ieu oan syn heech opdreaune wilsenerzjy en de wyldste wetters en stoarmfloeden fan 'e selssucht litte. Yn 'e tiid fan Sokrates, mei allinne mar minsken fan it wurge ynstinkt, Ateners fan 'e âlde en konservative stimpel dy't har gean lieten – 'Foar lok en seine', sa't se seinen, 'Foar de wille', allyk se dienen – en dy't

dêrby noch hieltyd de âlde pronkwurden yn 'e mûle namen dêr't har libjen gjin rjocht mear op hie, doe wie faaks foar de gruttens fan siel *irony* nedich, dy sokratyske kwea-aardige wis-sichheid fan 'e âld dokter anneks plebeeër, dy't ûnmeilydsym yn it eigen fleis fike likegoed as yn it fleis en hert fan 'e 'foarnamen', mei in eachopslach dy't dúdlikernôch sei: 'Gjin sabeare boartsjen mei my! Dêr – binne wy gelyk!' Hjoeddedei is it krekt oarsom, no't yn Europa allinnich it keppelbist eare kriget en eare ferpartet, no't de 'gelikensens fan rjochten' mar al te maklik yn 'e gelikensens fan it ûnrjocht ferkeare kin: ik doel op in allemansoarloch tsjin al it seldsume, frjemde, befoarrjochte, fan 'e hegere minsken, fan 'e hegere siel, fan 'e hegere plicht, fan 'e hegere ferantwurdlikheid, fan 'e follens fan skeppersmacht en hearlikheid – hjoeddedei heart it foarnaam wêzen, it foar jinsels wêze wollen, it oars wêze kinnen, it allinnich stean en op eigen manneboet libje moatten by it begryp fan 'gruttens'; en de filosoof sil wat fan syn eigen ideaal ferriede as er stelt: 'dy sil de grutste wêze, dy't de iensumste wêze kin, de meast ferburgene, de meast ôfwikende, de minske oarekant goed en kwea, de hear fan syn deugden, de mear as rike fan wil; dat sil krekt *gruttens* hjitte: like mannichfâldich as hiel, like fier as fol wêze kinne.' En nochrisom frege: is hjoed – gruttens *mooglik*?

[213]

Wat in filosoof is, is min te learen om't it net te learen is: men moat it 'witte', út ûnderfining, – of men moat de grutskens ha it *net* te witten. Dat lykwols hjoeddedei de lju fan dingen prate, dêr't se gjin ûnderfining fan ha *kinne*, jildt it meast en it slimst de filosoof en de filosofyske tastannen: – in espeltsje minsken ken se, mei se kenne, en alle populêre mieningen dêroer binne

falsk. Sa is bygelyks dy echt filosofyske kombinaasje fan in dapperere, útskroevene geastkrêft, dy't presto rint, mei in dialektyske strangens en needwindichheid dy't net misgrypt, by de measte tinkers en gelearden net út eigen ûnderfining bekend en wurdt immen, as er har dêroer fertelle wol, net leaud. Hja stelle har alle needwindichheid foar as need, as in pynlik folgje moatten en twongen wurden; en it tinken sels is by har wat traachs, wifkjends, hast in besiking en faak genôch 'it *swit* fan eale lju wurdich' – mar perfoarst net wat lichts, wat godliks, dat it dûnsjen, de oermoed besibbe is! 'Tinke' en in saak 'serieus nimme', 'der dreech omtinken oan jaan' – dat heart by har allegear byinoar: allinnich sa ha se it 'belibbe'. – De keunstners ha op dat punt faaks al in skerperere noas: hja, dy't mar al te goed witte, krekt dan as se neat mear 'willekeurich' en alles needwindich dogge, komt har fiellen fan frijheid, subtiliteit, almacht, fan it kreative delsetten, behearskjen, foarmjen op syn hichtepunt, – koartsein, needwindichheid en 'frijheid fan wil' binne yn har dan ien. Der is by einsluten in rangoarder fan geastestastannen dy't partueret mei de rangoarder fan problemen; en de heechste problemen stjitte sûnder genede alleman tebek dy't it oandoart en kom har benei sûnder troch de hichte en macht fan geast foar de oplossing dêrfan foarbeskikt te wêzen. Wat jout it as linige aktualiteitshollen of stive brave meganisy en empirisy, lykas hjoed in protte bart, mei har plebeyske ambysje dêrop tasette en har om it sa te sizzen yn dy 'Hôf fan hoven' opkringe! Mar sokke tapiten meie groffe fuotten nea wer op rinne: dat hat in oerwet yn 'e dingen berêden; de doarren bliuwe foar sok opkringerich folk ticht, hoe't se har de holle der ek op brekke en stikken brekke! Alle hege wrâlden moat men foar berne wêze; dúdliker sein, men moat derfoar *makke* wêze: in rjocht

op filosofy – dat wurd yn 'e wiidste omfieming nommen – hat men allinne mar op grûn fan jins komôf, it foarteam, it 'bloed' beslist ek op dat punt. In protte slachten moatte foar it ûntstean fan 'e filosoof foarwurk dien ha; elk fan syn deugden moat apart ferwurven, beëakere, beërve en yn live wêze, en net allinne mar de dappere lichte sêfte gong en rin fan syn tinzen, mar fral de reewilligens ta grutte ferantwurdlikheden, de hegens fan it stjoerend oersjen en delsjen, it fiellen fan ôfskaat te wêzen fan 'e kliber en har plichten en deugden, it minlik beskermjen en ferdigenjen fan dat wat net begrepen en ferleagene wurdt, likernôch oft it god of de deale is, de wille en oefening yn 'e grutte gerjochtichheid, de keunst fan it lieding jaan, it fiere berik fan 'e wil, it stadige each dat selden bewûnderet, selden omheech sjocht, selden leavet...

Sânde haadstik

ÚS DEUGDEN

[214]

Us deugden? – It hat eigenskip dat ek wy noch ús deugden ha, al binne it fansels net dy trouhertige en fjouwerkante deugden dêr't wy ús foarâlden om respektarje, mar ek in bytsje om mije. Wy Europeanen fan oaremoarn, wy earstlingen fan 'e tweintichste ieu, – mei al ús faaie nijsgjirrigens, ús mannichfâldigens en ferklaaierskeunst, ús sêfte, benei swiete wredens yn geast en sinnen, – wy sille nei alle gedachten, *as* wy deugden ha, allinnich sokken ha dy't it leard ha en ferdraach har mei ús geheimste en fûlste oanstriden, mei ús hjitste ferletten: dat sa, lit ús ris om har sykje yn ús doalhôf! – dêr't, lykas men wit, safolle ding him ferliest, safolle ding alhiel ferlern rekket. En is der wat moaiers as nei jins eigen deugden *sykje*? Is dat net benei: yn jins eigen deugd *leauwe*? Dat 'yn jins eigen deugd leauwe' lykwols – is dat eins net itselde as wat men by âlds jins 'goede gewisse' neamde, dat respektabele begripeprúkje mei in lange sturt, dat ús foarâlden efter oan 'e holle, fakernôch ek efter oan it ferstân, hingjen hienen. It hat der dêrom alle skyn fan, hoe'n bytsje as wy ús oars ek as âldwrâldsk en foarâlderlik-respektabel beskôgje, dat wy yn ien ding doch echt it neiteam fan dy foarâlden binne, wy lêste Europeanen mei in goed gewisse: wy ha ek

noch har sturtprúk op. – Och! As jim ris wisten, hoe gau, hoe gau as it al, oars wêze sil!

[215]

Sa't der yn it stjerreryk bytiden twa sinnen binne, dy't de baan fan in planeet beskiedt, sa't yn beskate gefallen sinnen fan ûngelikense kleur ien planeet beljochtsje, dan de iene mei read ljocht, dan de oare mei grien ljocht, en dan wer beide tagelyk mei in rynske bûntens: sa binne wy moderne minsken, troch it komplisearre meganisme fan ús 'stjerrehimmel' – troch *ûngelikense* moralen beskaat; ús dieden ljochtsje ôfwikseljend yn ûngelikense kleuren, se ha seldom ien betsjutting, – en it bart fakernôch dat wy *bûnte* dieden bedogge.

[216]

Jins fijannen leaf ha? Ik leau, dat hat men goed leard: it bart hjoed ûntelbere kearen, yn it lyts en yn it grut; somtiden bart it hegere en sublimere – wy leare te *fêrachtsjen*, as wy leaf ha, en krekt as wy it meast leaf ha: – mar dat alles ûnbewitten, sûnder alaarm, sûnder pronkjen, mei dy skamte en ferburgenens fan it goede, dy't de mûle it plechtige wurd en de deugdsume formule ferbiedt. Moraal as attitude – fine wy hjoeddedei smakeleas. Dat is ek in stap foarút: lykas it in stap foarút fan ús foarâlden wie, dat se op it lêst religy as attitude smakeleas fûnen, likegoed as de fijânskip en Voltairiaanske bitterens tsjin 'e religy (en wat allegear fan âlds by de meneuveltaal fan 'e frije geast hearde). It is de muzyk yn ús gewisse, it dûnsjen yn ús geast, dêr't alle puriteinske litanyen, alle moraalpreken en boargermansgedoch net klinke wolle.

Jin foar al dyen yn acht nimme dy't der in protte belang oan hechtsje dat har morele takt en in yngeand moreel ynsjoch bylein wurdt! Hja ferjouwe it ús nea as se har ea by ús (of sels oan ús) fergripe, – it kin net oars as dat se ynstinktyf ús berabbers en skeadoggers wurde, sels as se noch ús 'freonen' bliuwe. – Sillich binne dy't ferjitte: want dy komme ek mei har domheden 'klear'.

De psychologen fan Frankryk – en binne der oars earne noch psychologen? – binne har bittere en komplekse nocht oan 'e stupidens fan 'e boergeoisy noch hieltyd net sêd, it is hast as ... genôch, se ferriede der wat mei. Flaubert bygelyks, de brave boarger fan Rouen, seach, hearde en preau op it lêst oars net mear: it wie syn soarte fan selstamtearring en bare subtile wredens. No rekommandearje ik, as ôfwikseling – want it ferfeelt sa stadich oan – , wat oars om jin oer te fernuverjen: dat is de ûnbewittene slûchslimmens, dy't it hâlden en dragen fan alle goede tsjokke brave midsmjittige geasten karakterisearret foar hegere geasten en har opjeften oer, dy subtile, heak-en-oezige, jezuïtyske slûchslimmens dy't tûzen kear subtiler is as ferstân en smaak fan dyselde middestân op syn bêste stuiten – en ek as it ferstân fan syn slachtoffers – : dat is in bewiis te mear dat it 'ynstinkt' fan alle soarten fan yntelliginsje dy't ûntdutsen binne de yntelligintste is. Koartsein, studearje, jim psychologen, de filosofy fan 'e 'regel' yn 'e striid mei de 'útsûndering': dêr ha jim in skoupul, goedernôch foar goaden en godlike kwea-aardigens! Of, noch dúdliker: bedriuw fiviseksje op 'e 'goede minsken', op 'e 'homo bonae voluntatis' (de minske fan goede wil) ... op *jimsels!*

It moreel oardieljen en feroardieljen is de favorite wraak fan 'e geastlik-beheinden op dyen dy't dat minder binne, en ek in soarte fan skeafergoeding foar dat se fan 'e natuer net folle taparte krigen ha, einlings en te'n lêsten in gelegenheid om geast te krijen en subtyl te *wurden*: – grime fergeastliket. It docht har yn it djipst fan it hert goed dat der in mjitstêf is dy't ek dyen dy't mei almeugende jeften en foarrjochten fan 'e geast beloege binne mei har lykslacht: – hja stride foar de 'gelikensens fan alleman foar God' en binne dêrom allinne al hast it leauwe oan God *nedich*. Under harren binne de fûlste tsjinstanners fan it ateïsme. Wa't har seit 'In hege geastlikens is net te ferlykjen mei hokker bravens en achtberens ek fan in inkeld mar moreel minske', soe har poer meitsje: – ik sil it wol litte en doch soks. Leaver soe ik har mei myn sizzen flaaikje dat in hege geastlikens sels allinne mar as lêste útkomst fan morele kwaliteiten bestean kin; dat it in synteze fan al dy tastannen is dy't 'inkeld mar' morele minsken bylein wurde, nei't se, ien foar ien, troch lange dissipline en oefening, miskien yn hiele keatlingen fan geslachten ferwurven binne; dat de hege geastlikens krekt de fergeastliking fan 'e gerjochtichheid en dy guodlike strangens is, dy't wit dat it syn taak is en behâld de *rangoarder* yn 'e wrâld, tusken de dingen sels – en net allinne mar tusken de minsken.

By de hjoeddeiske allemanslof fan it 'sûnder eigenbelang' moat men jin, miskien net sûnder faaiens, besleur bybringe fan hokker dingen as it folk eins *belang* yn stelt en wat überhaupt de dingen binne dêr't de gewoane man mei hert en siel om jout: de hegere fermiddens ynbegrepen, sels de akademisy, en as

de skyn net bedraacht, benei ek de filosofen. Dan docht bliken dat it aldermeaste fan wat subtilere en sinniger smaken, wat alle hegere natueren ynteressearret en stimulearret, de trochsneedminske folslein ‘ûnbelangryk’ taliket: – fernimt er nettsjinsteande in oanstriid dêrta, dan neamt er dy ‘sûnder eigenbelang’ en hy fernuveret him hoe’t it mooglik is en bedoch dingen ‘sûnder eigenbelang’. Der ha filosofen west, dy’t dy allemansfernivering noch in leidige en mystyk-boppe-ierdske útdrukking joegen (– faaks om’t se de hegere natuer net út eigen ûnderfining koene?) – yn stee fan ‘e bleate en aldertigenst binlike wierheid wer te jaan, dat in die ‘sûnder eigenbelang’ in *tige* belangrike en eigenbelangrike die is, oannommen dat ... ‘En de leafde?’ – Hoe dat? Soe krekt in die út leafde bedien ‘ûnegoïstysk’ wêze? Och jim omkoalen – ! ‘En de lof fan dy’t har opofferje?’ – Mar wa’t wier offers brocht hat, wit dat er dêr wat foar werom ha woe en krige, – miskien wat fan himsels foar wat fan himsels – dat er hjir wat joech om dêr mear te hawwen, miskien om út soarte mear te wêzen of om him dochs ‘mear’ te fiellen. Dat is lykwols in lân fan fragen en antwurden, dêr’t in sinnige geast net graach tahâldt: sa lyk moat de wierheid har gapjen besmoare as se dêr anderje moat. Hja is op it lêst in frou: men moat har gjin geweld oandwaan.

[221]

It komt foar, sei in moralistyske, bjiskerige wiisprater, dat ik in belangeleas minske earje en yn ‘e hichte stek: mar net om’t er belangeleas is, mar om’t er neffens my berjochtige is en wês nuttich foar in oar ta skea fan himsels. Genôch, de fraach is altyd, wa’t *hy* is en wa’t *dy oar* is. Foar ien dy’t bygelyks foar it lieding jaan ornearre en makke is, soe it himsels ferleangen en

tebekstallen net in deugd mar it fergriemen fan in deugd wêze: neffens my. Alle ûnegoïstyske moraal, dy't himsels absolút nimt en him ta alleman rjochtet, sûndiget net allinne tsjin 'e smaak: it trúnt ek it sûndigjen út sleauwens oan, it is in ferlieding te mear ûnder it mom fan minskeafde – en it is krekt in ferlieding en beskeadiging fan 'e hegeren, seldsumen, befoarrjochten. Men moat de moralen alderearst yn 'e bocht foar de *rangoarder* twinge, men moat har gewisse belul fan har arrogânsje bybringe, – oant se lang om let meiïoar klearrichheid ha dat it ymmoreel is en sis: 'Wat foar de iene goed is, is foar de oare binlik'. – Dat, myn moralistyske, sosjale wiisprater: fertsjinne er it wol dat er útlake waard doe't er de moralen sa lyk ta moraliteit oantrúnde? Mar men moat net tefolle gelyk ha, as men it laitsjend laach op *jins* hân ha wolle; in kerltsje ûngelyk heart sels by de goede smaak.

[222]

Dêr't hjoeddedei meilijen preke wurdt – en wa't goed harket wit dat der tsjintwurdich gjin oare religy mear preke wurdt – kin de psycholooch syn earen mar opdwaan: ûnder alle eigenwizens, ûnder alle alaarm dat dy prekers (lykas alle prekers) mar al te eigen is, sil er in heas, kliemerich, autentyk lûd fan *selsferachting* beharkje. Dat is in ûnderdiel fan it proses dat Europa al mar oan tryster en ûnsjogger wurdt en dat al in ieulang yn it oanboazjen is (it earste symptoom dêrfan is oarspronklik yn in brief mei wat tinzen fan Galiani oan Madame d'Epinaay optekene): *as it al net de oarsaak dêrfan is*. De minske fan 'e 'moderne ideeën', dy grutske aap, is ûnberonge yn syn ûntefredenens mei himsels: dat stiet fêst. Hy lijt: en syn idelheid wol, dat er allinne mar 'meilijt'...

De Europeeske mjuksminske – in bare ûnsjogge plebeeër, al mei al – hat perfoarst ferklaaiersklean nedich: hy hat de skiednis nedich as de kleankast fan ferklaaiersklean. Al fernimt er dan dat gjint him rjocht goed om 'e lea past, – hy wikselet en wikselet. Men kin de njoggentjinde ieu by útstek beächtsje yn dy hommelse foarleafdes en wikselingen fan stylmaskerades; ek yn stuiten fan fertwifeling om't 'neat jin stiet' –. It hat gjin doel en doch jinsels romantysk of klassyk of kristlik of florentynsk foar, yn wensten en keunsten: it 'klaait net ôf!' Mar de 'geast', fral de 'histoaryske geast', docht sels mei dy fertwifeling noch fertuten: hieltyd wer wurdt in nij stik oertiid en útlân probearre, omlein, ôflein, ynpakt, en fral *bestudearre*: – wy binne it earste studearre tiidrek op it mêd fan 'ferklaaiersklean', ik bedoel moralen, leauwensartikelen, keunstsinnige smaken en religys, taret lykas gjin oare tiid foar ús, op it karnaval fan 'e grutte styl, op it geastrykste fêsteljûnslaitsjen en oermoedich wêzen, op 'e transedintale hichte fan 'e heechste ûnsin en it aristofanyske wrâldbegekjen. Faaks dat wy krekt dêr it lân fan ús *fernimstigen* noch ûntdekke, it lân dêr't ek wy noch orizjineel wêze kinne, bygelyks as parodisten fan 'e wrâldskiednis en as kluchtemakkers fan God, – miskien, as ek neat fan hjoed takomst hat dat krekt ús *laitsjen* noch takomst hat!

De *sin foar it histoaryske* (of it by steat wêzen en ried gau de rangoarder fan weardeoardielen dêr't in folk, in maatskippij, in minske neffens libbe hat, it 'divinearjende ynstinkt' foar de relaasjes tusken dy weardeoardielen, foar de ferhâlding tusken de autoriteit fan wearde en de autoriteit fan wurksame krêften):

dy sin foar it histoaryske, dêr't wy Europeanen oanspraak op meitsje as ús unike eigenskip, ha wy opdien as it gefolch fan dy begûcheljende en dûme *healbarbarij*, dêr't Europa troch de demokratyske fermjüksing fan rassen en stannen yn befizele is, – pas de njontjinde ieu koe dy sin, as syn eigen sechste sin. It ferline fan alle foarmen en libbensstilen, fan kultueren dy't eartiids hurd njonkeninoar, oerinoar leine, streamt troch dy fermjüksing yn ús 'moderne sielen' út, ús ynstinkten rinne no oeral hinne en werom, wy sels binne in soarte fan gaos – : by einsluten docht 'de geast', lykas sein, der syn fertuten mei. Troch ús healbarbarij yn lea en begearte ha wy oeral geheime tagongen hinne, sa't in foarnaam tiidrek dy nea hân hat, fral tagongen ta it doalhôf fan 'e ûnfolsleine kultueren en ta alle healbarbarij dy't ea op 'e wrâld bestien hat; en foar sa fier't it grutste part fan 'e minsklike kultuer no krekt healbarbarij wie, betsjut 'sin foar it histoaryske' benei sin en ynstinkt foar alles, smaak en ferwulft foar alles: en dêrmei bewiist dy sin him daalks as *ûnfoarnaam*. Wy kinne bygelyks wer nocht belibje oan Homeros: miskien is it ús grutste gelok dat wy Homeros wer priuwe kinne, dy't foar de minsken fan in foarname kultuer (bygelyks de Frânsen fan 'e santjinde ieu, lykas Saint-Evremond, dy't him in esprit vaste (tsjokke geast) ferwynt, of sels har lêste fertsjintwurdiger Voltaire) net sa maklik ta te eigenjen is en wie, – hja stiene harsels amper ta oan soks nocht te belibjen. It tige útsprutsen 'Ja' en 'Nee' fan har ferwulft, har brûkele wearze, har bekallich wifkjen foar al it frjemdsoartige oer, har bleuens foar de wansmaak fan sels de libbenste benijdens, en útsoarte dy ûnwilligens fan foarname kultueren, dy't harsels genôch binne, om jin in nije begearlikheid, in ûnfrede mei it eigene, in bewûndering foar it frjemde ta te stean: it makket har allegear negatyf foar de bêste dingen

fan 'e wrâld oer, as dy net har eigendom binne of har bút wêze kinne, – en gjin sin is foar sokke minsken minder te begripen as krekt de sin foar it histoaryske en syn needrige plebeërsnijsgjirrichheid. Net oars stiet it mei Shakespeare, dy bjusterbaarlike, Spaansk-Moarsk-Saksyske smaaksyntese, dêr't in Atener fan 'e âlde stimpel út it freonelaach fan Aeschylus him healdea om lake of oan ergere ha soe: wy lykwols – akseptearje krekt dy wylde bûntens, dy tizeboel fan it aldersêftste, aldergrofste en alderkeunstmjittichste mei in geheime fertroulikheid en hertlikheid, wy belibje nocht oan him as oan it keunstsinnich raffinemint dat krekt foar ús opsparre is en wy litte ús dêrby fan it Ingelse rosmos, dêr't Shakespeare syn keunst en smaak by libbet, allikemin steure as op 'e Chiaja te Napels: dêr't wy mei al ús sinnen, begûchele en gewillich, ús wegen gean, hoe bot de rioelen fan 'e efterbuerten fan it rosmos har dêr ek yn 'e lucht oppenearje. Wy minsken fan 'e 'sin foar it histoaryske': wy ha útsoarte ús deugden, dat kin net bestriden wurde, – wy binne ûnpretinsjeus, ûnselssuchtich, beskieden, dapper, ien en al selsoerwinning, ien en al sosjaal besef, tige tankber, tige geduldich, tige yn 'e mjitte kommend: – wy binne mei dat alles miskien net tige 'smaakfol'. Lit ús lang om let dit ek wêze wolle: wat wy minsken fan 'e 'sin foar it histoaryske' it minst begripe, fielle, op 'e nij priuwe, op 'e nij leavje kinne, wat yn ús djipste sels foaroardielen en benei fijânskip opropt, dat is krekt it folsleine en hielendal ripe yn alle kultuer en keunst, it eins foarname yn wurken en minsken, har eagenblik fan glêde see en it halkyonysk jinsels genôch wêzen, it goudene en kâlde dat alle dingen sjen litte dy't harsels foltôge ha. Miskien is it in needsaak dat ús grutte deugd fan 'e sin foar it histoaryske yn tsjinstelling mei de *goede* smaak, op syn minst mei de âlderbêste smaak, en wy kinne krekt de lytse koarte en

heechste loksstuiten en ferhelderingen fan it minsklik libben, sa't se hjir en dêr efkes opblinke, mar min, mar wifkjend, allinne mei twang yn ússels neifielle: dy eagenblikken en wûnders, dat in grutte krêft frijwillich foar it mjittleaze en ûnbeheinde stean bliuwt –, dat in oerfloed fan subtile nocht yn 'e hommelse beronging en ferstienning, yn it fêst stean en it jinsels fêst stellen op in noch weake boaiem belibbe wurdt. De *mjitte* is ús frjemd, lit ús dat wêze wolle; ús stimulearret krekt de stimulus fan it ûneinige, ûnbemjitlike. Lykas de ruter op it foarút fjouwerjend hoars litte wy foar it ûneinige de leie falle, wy moderne minsken, wy healbarbaren – en binne pas yn *ús* sânde himel, as wy ek it meast – *faai* steane.

[225]

Hedonisme, pessimisme, utilitarisme en eudemonisme: al dy tinkwizen dy't neffens *nocht* en *sear*, dus neffens omstannichheden en bysaken, de wearde fan 'e dingen ôfmjitte, binne foargrûntinkwizen en naïviteiten, dêr't elts dy't him fan foarmjende krêften en in keunstnersgewisse bewust is, net sûnder begekjen, ek net sûnder begrutsjen, op delsjen sil. Begrutsjen mei *jim*! Dat is dan lykwols net it begrutsjen lykas jim it fersteane: dat is net it meilijen mei de sosjale 'need', mei de 'maatskippij' en mei wa't siik of ferûngelokke is, mei fan it oanbegjin ôf bedoarn en tebrutsen folk sa't it om ús hinne op 'e grûn leit; noch minder is it meilijen mei wrokjende, ferhûddûke oproerige slavestannen dy't it foar it sizzen ha, – dat neamme se 'frijheid', – wolle. *Us* meilijen is heger en sjocht fierder foarút: – wy sjogge hoe't de *minske* belytset, hoe't *jim* him ferlytsje! – En der binne stuiten dat wy krekt *jim* meilijen mei in alderbenaudste kjellens beachtsje, dat wy ús tsjin dat meilijen te war stelle –, dat wy jim earnst

nuodliker fine as hokker lichtfeardigens ek. Jim wolle as it heal kin – en der is gjin ûnsinniger ‘as it heal kin’ – *it lijen ôfskaffe*. En wy? – It liket sels as wolle wy it leaver noch grutter en slimmer ha as dat it wie! Wolbefinen lykas jim it fersteane – dat is ommers gjin doel, dat is, tinkt ús, de *ein*! In tastân dy’t de minske op slach bespotlik en ferachtlik makket, – dy’t *langstme* nei syn ûndergong opropt! De tucht fan it lijen, it *grutte* lijen – witte jim net dat *dy* tucht allinne de minske op hieltyd gruttere hichten brocht hat? Dy spanning fan ‘e siel yn it ûngelok dy’t by har sterkte oankweekt, har griljen by it oansjen fan ‘e grutte ûndergong, har kreativiteit en dapperens yn it dragen, úthâlden, útsjutten, útnutsjen fan it ûngelok, en wat har fierder ek mar oan djippens, mysteary, masker, geast, list, gruttens skonken is: – is it har net mei lijen, mei de tucht fan it grutte lijen skonken? Yn ‘e minske binne *skepsel* en *skepper* ien: yn ‘e minske is stof, brokstik, oerfloed, klaai, stront, ûnsin, gaos; mar yn ‘e minske is ek skepper, byldhouwer, hammerhurdens, taskôgergodlikens en sânde dei: – begripe jim dy tsjinstelling? En dat *jim* meilijen it ‘skepsel yn ‘e minske’ jildt, dat wat foarme, tebrutsen, smeid, terutsen, bebaarnd, begloeid en lottere wurde moat, – dat needsaaklikerwize *lije* moat en lije *moat*? En *ús* meilijen – begripe jim net wa’t ús *omkeard* meilijen jildt, as it him tsjin jim meilijen te war stelt as tsjin ‘e alderslimste ferslopping en swakkens? – Meilijen dus *tsjin* meilijen! – Mar nochris sein, der binne hegere problemen as alle nocht- en sear- en meilijensproblemen; en alle filosofyen dy’t allinnich dêr op útkomme binne nayf. –

[226]

Wy ymmoralisten! – Dizze wrâld, dy’t *ús* oangiet, dêr’t wy yn te frezen en te leafhawwen ha, dizze hast ûnsichtbere,

ûnbeharkbere wrâld fan subtyl gebieden, subtyl om sizzen jaan, in wrâld fan it ‘hast’ yn alle opsichten, nuodlik, behyplik, skerp, sêft: ja, se is goed ôffrede tsjin lompe taskôgers en opkringerige nijsgjirrigens! Wy binne yn in strang byntliif fan plichten ynspûn en *kinne* der net út – , fan dat binne wy no krekt ‘minsken fan ’e plicht’, wy ek! Ut en troch, it is wier, dûnsje wy wolris yn ús ‘keatling’ en tusken ús ‘swurden’; faker, dat is net minder wier, knerseltoskje wy en ha gjin geduld mei alle ferburgene hurdens fan ús lot. Mar wy kinne dwaan wat wy wolle: de omkoalen en de skyn sizze ús ‘dat binne minsken *sûnder* plicht’ – wy ha altyd de omkoalen en de skyn tsjin!

[227]

Earlikens, oannommen dat dat ús deugd is, dêr’t wy net fan loskomme kinne, wy frije geasten – no, wy wolle mei alle kweaardigens en leafde oan har wurkje en it net sêd wêze om ússels yn *ús* deugd, dy’t allinnich ús noch oerbleau, ‘folslein te meitsjen’: mei har glâns ienris as in gouden blau spotsk jûnsljocht oer dizze âlderwurdende kultuer en har dompe, tsjustere earnst lizzen bliuwe! En as ús earlikens it lykwols op in dei sêd is en suchtet en him fertrêdet en ús te hurd befynt en it better, makliker, sêfter ha wol, lykas in noflike ûndeugd: lit ús dan *burd* bliuwe, wy lêste stoïsy! En stjoere wy him as help wat wy oan duvelskens yn ús ha – ús wearze fan it lompe likernôch, ús ‘nitimur in vetitum’ (wy bestribje de dingen dy’t ferbean binne), ús aventuerdersmoed, ús handige en ferwende nijsgjirrigens, ús aldersubtylste alderferhoalenste alderyntellektueelste wil ta macht en wrâldoerweldiging, dy’t begearich by alle lannen fan ’e takomst omswevet en omdwepet, – komme wy ús ‘god’ mei al ús divels te hulp! It hat alle kâns dat wy dêrom miskend en

foar oaren holden wurde: wat makket dat út! De minsken sille sizze: 'Jim "earlikens" – dat is jim dealskens, en oars neat!' Wat makket it út! En sels al hiene se gelyk! Wiene oan no ta net alle goaden sokke hillich wurden omdoopte divels? En wat witte wy op it lêst ek fan ússels? En hoe't de geast *hjitte* wol, dy't ús liedt? (It is in kwestje fan nammen.) En hoe folle geasten wy yn ús ha? Us earlikens, wy frije geasten, – lit ús der om tinke dat it net ús eigenwizens, ús brat en pronk, ús beheining, ús dommens wurdt! Alle deugden ha in oanstriid ta dommens, alle domheden in oanstriid ta deugd; 'dom oant yn it hillige' seit men yn Ruslân, – lit ús der om tinke dat wy op it lêst net út earlikens noch hillich en ûnsillich ferfelend wurde! Is it libben net hûndert kear te koart om jin – te ferfelen? Men soe al yn it ivige libben leauwe moatte om...

[228]

Ferjou my de ûntdekking dat alle moraalfilosofy oan no ta ferfeelsum wie en yn 'e kategory fan 'e sliepmiddels foel – en dat 'de deugd' yn myn eagen troch neat safolle skea oandien is as troch de *ferfeelsumens* fan har foarsprekkers; mar dêrmei wol ik de algemiene nuttichheid dêrfan noch net miskenne. It is saak dat sa min mooglik minsken oer moraal neitinke, – dat it is fan hiel grut belang dat de moraal net op in dei ynteressant wurdt! Mar gjin soarch! It is ek tsjintwurdich noch krekt sa't it altyd al west hat: ik sjoch nimmen yn Europa dy't der begryp fan hat (of begryp *jout*), dat der oer moraal faai, behyplik, leidich neitocht wurde kin, – dat it *needlot* deryn beskûl gean kin! Besjoch bygelyks dy dreech bodzjende, rûnom oanwêzige Ingelse utilitaristen, sa't se plomp en respektabel yn 'e fuotleaten fan Bentham hjirhinne stappe, dêrhinne stappe (in homearyske ferliking seit

it dúdliker), sa't hysels al yn 'e fuotleasten fan 'e respektabele Helvetius stapte (nee, dat wie net in gefaarlik minske, dy Helvetius!). Gjin nij idee, gjin subtile omkearing of falsifearring fan in âld idee, sels gjin wurklike skiednis fan in earder idee: in *ûnmooglike* literatuer al mei al, oannommen dat men dy net mei wat kwea-aardichheid yn jins eigen soer lizze kin. Want ek by dy moralisten (dy't men hieltyd mei njonkengedachten lêze moat, as men se al lêze *moat* –) is dy âlde Ingelse ûndeugd ynslûpt dy't *cant* hjit en *morele hypokrisy* is, diskear beskûl ûnder de nije foarm fan 'e wittenskiplikens; allikemin mist it oan geheime ôfwar tsjin 'e wroechwjirm, dêr't in ras fan eartiidske puriteinen by al it wittenskiplik omtinken foar de moraal dochs oan lije moat. (Is in moralist net de oare helte fan in puritein? As in tinker dy't de moraal as twifelich, as fraachteken, koar-tsein as probleem beskôget? Soe in moralist net – ymmoreel wêze?) Op it lêst wolle se allegearre, dat de *Ingelse* moraliteit gelyk kriget: om't krekt dêrmei it minskdom of it 'algemien belang' of 'it lok fan 'e measten', nee it lok fan *Ingelân* it bêst tsjinne wurdt; hja wolle harsels út alle macht wiismeitsje dat it stribjen nei *Ingelsk* lok, ik bedoel nei comfort en fashion (en, as heechste doel, in sit yn it parlemint), tagelyk ek it rjochte paad fan 'e deugd is, ja dat alle deugd dy't der oan no ta op 'e wrâld west hat krekt yn sok stribjen leit. Gjin ien fan al dy drege, yn it gewisse ûnwisse keppelbisten (dy't krewearje om de saak fan it egoïsme as saak fan 'e algemiene wolfeart yn banen te lieden –) wol der wat fan witte en fernimme dat de 'algemiene wolfeart' gjin ideaal, gjin doel, gjin sinnich begryp is, mar net mear as in braakmiddel, – dat wat foar de ien binlik is, dêrom beslist noch net foar de oar binlik wêze *kin*, dat de eask fan ien moraal foar alleman it fergriemen fan krekt de hegere minsken oanbringt,

koartsein, dat der in rangoarder tusken minske en minske, dus ek tusken moraal en moraal is. It is in beskieden en troch ende wer troch midsmjittich soart minsken, dy utilitaristyske Ingelsen, en lykas sein: foar sa fier't se ferfeelsum binne, kin men net heech genôch fan har utliteit tinke. Men soe har sels noch *oanfiterje* moatte: lykas foar in part mei de neikommende rimen besocht is.

Brave boadskiprinner, gean sa troch,
‘Langer is better’ is it hieltyd noch;
Stiif binne kop en knibbel dy,
Do bist net geastich, grappich of pittich,
Net te fergriemen sa midsmjittich:
Sans genie et sans esprit!

[229]

Der bliuwt yn lettere tiidrekken, dy't grutsk op har minsklikheid wêze meie, noch sa folle freze, safolle *byleaurwe* yn 'e freze foar it 'wylde, wrede bist' oer, ek al is it krekt de grutskens fan dy minskliker tiidrekken dat bist oermastere te hawwen, dat sels foar de hân lizzende wierheden as op ôfspraak ieuwenlang net útsprutsen wurde, om't se oars dat wylde, lang om let deamakke bist wer it libben jaan soene. It is miskien in sterk stik as ik my sa'n wierheid ûntsnappe lit: lit oaren him mar wer fange en jou him safolle 'molke fan 'e fromme manier fan tinken' te drinken oant er wer stil en fergetten yn syn âlde hoekje leit. – Men moat mear oer de wredens leare en de eagen opdwaan; men moat lang om let ûngeduld leare, dat sokke ûnbeskiedene dikke domme fersinnen net langer deugdsum en pystich omrinne, sa't se bygelyks oangeande de trageedzje

troch âlde en nije filosofen grut makke binne. Hast alles wat wy ‘hegere kultuer’ neamme, berêst op ‘e fergeastliking en ferdjipping fan ‘e *wredens* – dat is myn stelling; dat ‘wylde bist’ is hielendal net deamakke, it libbet, it bloeit, it hat him allinnich mar – fergodlike. De smertlike gleonens fan ‘e trageedzje sit him yn ‘e wredens; wat yn it saneamde tragyske meilijen, eins yn al it ferhevene oant en mei it heechste en sêftste huverjen fan ‘e metafysika ta, in noflike wurking hat, kriget syn swietens allinne fan it bymongene yngrediïnt fan ‘e wredens. Wat de Romein yn ‘e arena ûndergiet, de kristen yn ‘e ferrukkingen fan it krús, de Spanjert yn it oansjen fan brânsteapels of bollefjochterijen, de Japanner fan hjoed dy’t him nei de trageedzje earmtakket, de arbeider út in foarstêd fan Paris dy’t nostalgysk nei bloedige revolúsjes longeret, de Wagnerfrou dy’t mei de wil út ‘e skroeven Tristan en Isolde oer har ‘hinnegean lit’, – wat hja allegeare yn wille ûndergeane en mei mysterieuze gleonens yn harsels besykje op te sûgjen, dat binne de krûdedranken fan ‘e grutte Circe ‘wredens’. Dêrby moat men fansels de ûnsinnige psychology fan âlde tiden weibruie, dy’t oangeande de wredens allinne te fertellen wist dat dy by it sjen fan *oarmans* lijen ûntstiet: der is in grutte, mear as grutte wille ek yn it eigen lijen, yn it jinsels sear dwaan, – en oeral dêr’t de minske him omprate lit ta selsferleagening yn ‘e *religieuze* sin fan it wurd of selsскеining as by de Fenisiers en asketen of überhaupt ta martling fan ‘e sintugen, fan it fleis, de wroechwjirm, ta puriteinske boetkrampen, ta fiviseksje fan it gewisse en ta de Pascaliaanske opoffering fan it yntellekt, dêr wurdt er temûk troch syn wredens leidich oantrúnd, troch dat faaie huverjen fan ‘e tsjin *himsels kearde* wredens. Lit by einsluten ek yn jin omgean dat sels de man fan kennis, foar sa fier’t er syn geast twingt om,

tsjin syn natuerlike oanstriid en fakernôch ek tsjin 'e winsk fan syn hert yn, ynsjoch te sykjen – dus om 'Nee' te sizzen dêr't er 'Ja' jubelje, leaf ha en oanbidde wolle soe – , as keunstner en ferhearliker fan 'e wredens te wurk giet; alles mei djipte en grûn nimme is al in oerweldiging, in sear dwaan wollen fan 'e grûnwil fan 'e geast dy't al mar oan nei de skyn en nei it oerflak ta wol, – yn alle wil ta kennis sit al in dripeke wredens.

[230]

Miskien is net sûnder mear te begripen wat ik niis fan in 'grûnwil fan 'e geast' sein ha: dêrom in lytse taljochting. – It gebiedende 'ding', dat troch it folk 'de geast' neamd wurdt, wol yn himsels en om himsels baas wêze en him baas fielle: it hat de wil om út 'e mânnichfâld nei de ienfâld ta, in gearbinende, berongjende, hearsksuchtige en werklik hear-like wil. Syn ferletten en fermogens binne fan datoangeande itselde as fysiologen formulearje foar al dat libbet, waakst en him fermearret. De krêft fan 'e geast om him it frjemde ta te eigenjen oppenearret him yn in sterke oanstriid it nije ûnder it âlde te beflappen, it mannichfâldige te ferienfâldigjen, en dat wat folslein tsjinsprekt oer te sljochtsjen of fuort te wâdzjen: sa lyk as er beskate trekken en linen oan it frjemde, oan alle stikken 'bûtenwrâld' nei eigen willekeur sterker beklammet, derút hellet, nei eigen goetdenken fersket. Hy is dêrby út op it ynliivjen fan nije 'ûnderfiningen', op it bekatégorisearjen fan nije saken ûnder âlde kategoryen, – op waaksdom dus; krefter noch, op it *fiellen* fan waaksdom, op it fiellen fan mear krêft. Dyselde wil tsjinnet in skynber tsjinoerstelde driuwfear fan 'e geast, in beslút dat hommels baanbrekt ta ûnwiitendheid, ta willekeurige ôfsluting, in tadwaan fan syn ruten, in ynderlik neesizzen tsjin dit of dat ding, in net benei komme

litten, in tefredenens mei it tsjuster, mei de ôfslutende kimen, in jasizzen en goedkarren fan 'e ûnwittendheid: sa't dat alles nedich is al neigeraden de graad fan syn taëigenjende krêft, syn 'spiisfertarringskrêft' om in byld te brûken – en 'de geast' liket yndie noch it meast op in mage. Dêrby heart ek de ynsidintele wil fan 'e geast om him ferrifelje te litten, miskien mei in moedwillich belul derfan dat it sa en sa *net* is, dat men it sa en sa mar gewurde lit, in nocht oan alle ûnwissens en ambiguïteit, in djoeiende wille yn himsels om 'e willekeurige beheining en temûkens fan in hoekje, om it al te tichtbije, om 'e foargrûn, om wat útfergrutte is, ferlytse is, ferskood is, fermoaike is, in wille yn himsels om 'e willekeur fan al dy uteringen fan macht. By einsluten heart dêr ek by de net ûndubieuze reewilligens fan 'e geast om oare geasten te ferrifeljen en by har te sabeareboartsjen, dy hieltiidske trún en twang fan in skeppende, byldzjende, fleksibele krêft: de geast hat dan wille fan syn maskermannichfâldigens en beslipenens, hy hat ek wille fan it fiellen fan syn wissens dêrby, – krekt troch syn Proteus-keunsten is er ommers it bêst ferdigene en ferburgen! – *Dy* wil ta de skyn, ta de ferienfâldiging, ta it masker, ta de bemanteling, koartsein ta it oerflak – want alle oerflak is in mantel – dy wurket de sublime oanstriid fan 'e man fan kennis *tsjin*, dy't de dingen djip, mannichfâldich, mei grûnen nimt en nimme *wol*: as in soarte fan wredens fan yntellektueel gewisse en smaak dy't eltse krigete tinker by himsels werkenne sil, oannommen dat er, lykas foech jout, syn each foar himsels langernôch behurde en beskerpe hat en oan in strange tucht, ek oan strange wurden wend is. Hy sil sizze: 'Der is wat wreds yn 'e oanstriid fan myn geast': – lit de deugdsume en aardige minsken besykje en praat it him út 'e holle! Yndie, it soe swieter klinke as men fan ús grute, lústere, bearde dat wy, ynstee fan wreed, bygelyks 'oerdreaun ear-

lik' binne, – wy frije, *tige* frije geasten: – en *sa* sil miskien ienris wier fan ús – beard wurde. Underwylst – want dat duorret noch wol efkes – ha wy sels wol it minst oanstriid en pronkje ússels op mei sokke moraalwurdewyn en -fearren: al ús wurk oan no ta hat ús fan datoangeande krekt de smaak en blide frijpostigens bedoarn. It binne moaie, blinkende, klinkende, feestlike wurden: earlikens, leafde foar de wierheid, leafde foar de wiisheid, opoffering foar it ynsjoch, heroyk fan 'e oprjochtens, – dat hat wat yn dat jin it krop heger komt. Mar wy klúzners en marmotten, wy ha ús der yn alle heimlikens fan in klúznersgewisse al lang fan oertsjûge dat dy respektabele wurdpronk ek by it âld leagenbrat, -brot en -stofgoud, fan 'e ûnbewuste minsklike idelens heart, en dat ek ûnder sokke sjerpsmarderige kleuren en oerskildering de skriklike grûntekst 'homo natura' wer werkend wurde moat. De minske wer werom oersetse yn 'e natuer; de mannichte eigenwize en dweperige ynterpretaasjes en abbegaazjes baas wurde, dy't oan no ta oer dy ivige grûntekst 'homo natura' hinne griemd en skildere binne; bewurkmasterje dat de minske tenei foar de minske oer stiet sa't er hjoed al, behurde yn 'e tucht fan 'e wittenskip, foar de *oare* natuer oer stiet, mei ûnbeskromme Oedipus-eagen en mei tastoppe Odysseus-earen, dôf foar alle loklietsjes fan âlde metafysyske fûgelfangers dy't him al te lang tasongen: 'Bist mear! Bist heger! Bist fan in oar komôf!' – Dat mei dan in aparte en healwize opjefte wêze, mar it is in *opjefte* – gjinien sil dat ûntkenne. Wêrom't wy him keazen, dy healwize opjefte? Of oars frege: 'wêrom überhaupt ynsjoch?' – Alleman sil it ús freegje. En wy, sa ûnder druk set, wy dy't ússels hûnderten kearen al itselde ôffrege ha, wy fûnen en fine gjin better antwurd...

It learen feroaret ús, it docht wat al it streksums docht dat likemin allinne mar 'behâldt: – lykas de fisiolooch wit. Mar yn ús djipste sels, hielendal 'dêrûnderyn', is lykwols wat dat net belearde kin, in stik granyt en geastlik needlot, in foarbeskaaide beslút en antwurd op foarbeskaaide, foarselektearre fragen. By alle haadproblemen sprekt in ûnferoarlik 'dat bin ik'; man en frou bygelyks kin in tinker net oars oer leare, allinne mar trochleare, – om oan 'e ein te ûntdekken wat dêroer by him 'fêststiet'. Bytiden oppenearje har beskate oplossingen foar problemen dy't krekt by ús in sterk leauwe fine; miskien neamt men se tenei jins 'oertsjûgingen'. Letter – sjocht men dêryn mar fuotstappen op it paad nei selskennis, paadwizers nei it probleem dat wy *binne*, – kreker, nei de grutte dommens dy't wy binne, nei ús eigen geastlik needlot, nei it *ûnbelearbere* hielendal 'dêrûnderyn'. – Nei it jaan fan dat grutte kompliment, dat ik krekt mysels tametten ha, sil it my faaks earder tastien wêze, oer de 'frou *an sich*' in pear wierheden te fertellen: oannommen dat men yn it foar wit dat it net mear as – *myn* wierheden binne. –

De frou wol selsstannich wêze: en dêrom begjint se de manlju oer 'de frou *an sich*' foar te ljochtsjen – *dat* is ien fan 'e slimste ûntjouwingen sûnt Europa hieltyd *ûnsjogger* wurdt. Want wat sille dy lompe writen fan 'e froulike wittenskiplikheid en selsûntbleating net allegear foar it ljocht helje! De frou hat safolle grûnen foar skamte; yn 'e frou is safolle wiisnoazichs, oerflakkichs, skoalmasterichs, benypte eigenwizens, benypte ûnberongenens en ûnbeskiedenens ferburgen – bestudearje har omgong mei

bern mar ris! – , dat oan no ta úteinliks troch de *freze* foar de man it bêst tebek dreau en yn 'e stokken holden waard. Oe wee as it 'ivich-ferfeelsome oan 'e frou' – folle net genôch! – foar it ljocht doart te kommen! as se de handichheid en keunst, fan har snipper wêzen, boartsjen, soargen weinimmen, ferljochting jaan en licht opfetsjen, as se har betûfte gaadlikens foar noflike begearten lang en breed ferleart! Der geane al froulike stimmen op dy't, by de hillige Aristofanes, kjellens oproppe, der wurdt mei klinyske dúdlikens drige wat de frou foarst en lêst fan 'e man *wol*. Tsjûget it net fan 'e alderminste smaak as de frou har der sa lyk op taleit en wês wittenskiplik? Oan no ta wie aldergeloks it jaan fan opheldering manlju's saak, manlju's jefte – men bleau dêrby 'ûnderinoar'; en men mei by einsluten by alles dat froulju oer 'de frou' skriuwe, moai wat erchtinken ha, oft de frou oer harsels eins wol opheldering jaan *wol* – en wolle *kin* ... Oft in frou dêrmei net in nije *pronk* foar harsels siket – ik tink dochs, it oppronkjen heart by it ivich-froulike? – no, dan wol se no freze oproppe: – se wol dêrmei miskien macht. Mar se *wol* net wierheid: wat makket de frou de wierheid út! Neat is sûnt it begjin fan 'e tiden de frou frjemder, tsjinniger, fjanliker as wierheid, – har grutte keunst is de leagen, har heechste oangelegenheid is de skyn en de skientme. Lit ús it tajaan, wy manlju: wy earje en leavje krekt *dy* keunst en *dat* ynstinkt yn 'e frou: wy, dy't it swier ha en graach wêzens beselskipje dy't ús lichter meitsje, ûnder waans hannen, eachopslaggen en sêfte dwaasheden ús earnst, swierte en djipte ús benei in dwaasheid taliket. Te'n lêsten stel ik de fraach: hat ea in frou in frouljusholle alris djipte, in frouljushert gerjochtichheid tastien? En is it net wier dat, troch de bank nommen, 'de frou' troch de frou sels it meast ferachte waard – en hielendal net troch ús? – Wy

manlju winskje dat de frou net trochgiet har mei rasjonalisme te kompromittearjen: lykas it manlju har foarsoarch en omtinken om 'e frou wie doe't de tsjerke dekretearre: Mulier taceat in ecclesia! (de frou sil swije yn 'e tsjerke!). It barde yn it belang fan 'e frou doe't Napoleon de al te praatske Madame de Staël te ferstean joech: Mulier taceat in politicis! – en ik tink dat it in wiere frouljusfreon is dy't de froulju hjoed taropt: Mulier taceat de muliere!

[233]

It ferriedt bedjer fan ynstinkten – noch ôfsjoen fan minne smaak – , as in frou har op Madame Roland of Madame de Staël of Monsieur George Sand beropt, as soe dêrmei wat te'n *geunste* fan 'e 'frou *an sich*' bewiisd wurde. Foar manlju binne dat de trije *komyske* froulju op harsels – oars neat! – en de alderbêste ûnfrijwillige *tsjinargumenten* tsjin emansipaasje en froulik selsbestjoer.

[234]

Dommens yn 'e koken; de frou as kokkinne; de kolossale leechholligens dêr't iten en drinken foar de famylje en de hear fan it hûs mei berêden wurdt! De frou begrypt net wat iten *betsjut*: en wol kokkinne wêze! As de frou in tinkend wêzen wie, dan hie se ommers al lang, as kokkinne sûnt jiertûzenen, de wichtichste fysiologyske feiten ûntdutsen en har de keunst fan it dokterjen taeigene! Troch minne kokkinnen – troch it folsleine brek oan ferstân yn 'e koken is de ûntjouwing fan 'e minske it langst opkeard, de measte skea tabrocht: it is tsjintwurdich net folle better. In rede foar hegere dochters.

[235]

Der binne kriemingen en wurpen fan 'e geast, der binne sentinsjes, in lytse hânfol wurden dêr't in hiele kultuer, in hiele maatskippij him hommels yn útkrystallisearret. Dêr hearre ek dy tafallige wurden fan Madame de Lambert oan har soan by: 'Mon ami, ne vous permettez jamais que de folies, qui vous feront grand plaisir' ('Myn freon, helje oars gjin dwaasheden út as dêrst in grutte wille fan hast'): – yn 'e flecht wei it memlikste en ferstannichste dat ea tsjin in soan sein is.

[236]

Dat wat Dante en Goethe fan 'e frou leauden – de ien doe't er song 'ella guardava suso, ed io in lei', de oar doe't er it oersetste as 'it ivich-froulike lûkt ús *ombeeck*' – : ik twifelje der net oan dat eltse eale frou har tsjin dat leauwe te war stelle sil, want hja leaut *dat* no krekt fan it ivich-manlike ...

[237]

Sân siskes oer de frou

*

De tiid fljocht fan komsa,
krûpt in man op ús ta!

*

Alderdom, och en wittenskip
jout swakke deugd ek skrip.

*

Swarte klean, swijt ynbannich,
dat stiet eltse frou – ferstannich.

*

Wêr bin ik it tankberst foar?
Dat God bestiet! – En myn skroar!

*

Jong: in hoalehûs mei blommen.
Ald: sjoch de draak nei bûten kommen.

*

Eale namme, kreaze skonk, man derby:
och wie hy fan my!

*

Koarte sin, djippe sin –
glêd iis foar de ezelin!

[237A]

De froulju binne troch de manlju oan no ta as fûgels behannele, dy't fan ien of oare hichte ûnder by harren it paad bjuster rekken: as eat dat finer is, tearder, wylder, wûnderliker, swieter, sensibeler, – mar ek as eat dat men opslute moat dat it der net fan troch giet.

[238]

Jin fersinne yn it grûnprobleem fan 'man en frou', dêr de djippe ôfgrûn fan antagonisme en de needwindichheid fan in ivich-fijannige spanning te leagenjen, dêr faaks fan gelikense rjochten, gelikens grutbrigen, gelikense oanspraken en gelikense ferplichtingen te dreamen: dat is in *karakteristyk* teken fan oerflakkigens, en in tinker dy't him op dat nuodlik plak oerflakkich betoand hat – oerflakkich fan ynstinkten! –, jildt útsoarte as fertocht, mear noch, as hifke en te flak befûn: fan neisten sil er foar alle grûnfragen fan it libben, ek fan it takomstich libben, te 'koart' wêze

en *gjin* djipte krije kinne. In man dêr foaroer, dy't djipte hat, yn syn geast as yn syn begearten, dy djipte fan goedgeunstichheid ek dy't strangens en hurdens fertoeane kinne en dêr maklik mei fertiisd wurde, dy kin oer de frou allinne mar *oriïntaalsk* tinke: hy sil de frou as besit opfetsje, as eigendom dat op slot kin, as eat dat ta tsjinstberens foarornearre is en dêryn folslein wurdt, – hy moat him fan datoangeande op 'e kolossale yntelliginsje fan Azië, op 'e ynstinktssuperioriteit fan Azië rjochtsje: lykas eartiids de Griken dienen, de bêste erfgenamten en learlingen fan Azië, dy't, lykas bekend, fan Homeros oant de tiid fan Perikles, mei *oanwinnende* kultuer en befieming fan krêft ek stap foar stap *stranger* tsjin 'e frou, dus oriïntaalsker waarden. *Hoe* needsaaklik, *hoe* logysk, *hoe* sels minsklik-winsklik dat wie: dêr moat men jinsels mar op beriede!

[239]

It swakke geslacht is yn *gjin* inkelde tiid mei safolle heechachting fan 'e kant fan manlju behannele as yn ús tiid – dat heart by de demokratyske ynslach en grûnsmaak, lykas it brekme oan earbied foar de âlderdom – : wat in wûnder dat fan dy heechachting daalks misbrûk makke wurde? De frou wol mear, leart om easken te stellen, fynt op it lêst de bewizen fan achting hast al misledigjend, soe leaver om rjochten konkurrearje, ja eins stride: genôch, de frou ferliest oan skamte. Lit ús der daalks by sizze, dat se ek oan smaak ferliest. Se ferleart it en wês *benaud* foar de man: mar de frou dy't 'de freze ferliest' jout har froulikste ynstinkten op. Dat de frou har doart te oppenearjen, as de *man* *gjin* freze mear opropt, of better sein, as de man yn 'e man net mear winske en grutbrocht wurdt, is binlik en ek begryplik genôch; it is minder te begripen dat krekt dêrtroch – de frou

ûntaardet. Dat bart hjoeddedei: lit ús ússels fan datoangeande net fersinne! Dêr't de yndustriële geast it wûn hat fan 'e militêre en aristokratyske geast, stribbet de frou nei de ekonomyske en juridyske selsstannigens fan in amtner: 'de frou as amtner' stiet foar de doar fan 'e him foarmjende moderne maatskippij. Sa lyk as se nije rjochten bemachtiget, der nei stribbet en wês 'baas', en de 'foarútgong' fan 'e frou op har findels en flodderkes skriuwt, foltôget him mei skriklike dúdlikheid it omkearde: *de frou giet efterút*. Sûnt de Frânske revolúsje is yn Europa de ynfloed fan 'e frou *minder* wurden, al neigeraden dat se oan rjochten en oanspraken wûn hat; en de 'emansipaasje fan 'e frou', foar sa fier troch froulju sels (en net allinne troch oerflakkige manlike leechhollen) winske en easke, bewiist him sadwaande as in nuveraardich symptoom fan 'e oanwinnende ferswakking en ôfstomping fan 'e froulikste ynstinkten. Der is *dommens* yn dy beweging, in benei maskuline dommens dêr't in oprjochte frou – dat altyd in ferstannige frou is – har út 'e grûn fan har wêzen foar skamje moast. De noas derfoar ferlieze op hokker grûn as men de measte kâns hat om te winnen; de oefening yn 'e eigen wapenkeunst fertutearzgje litte; jin by de man gean litte, miskien sels 'oant it boek ta', dêr't men by âlds tucht en in subtile, slûchslimme dimmenens beächte; it leauwe fan 'e man oan in yn 'e frou *ferburgen*, folslein oars ideaal, ien of oar ivich en needwindich frouliks, mei deugdsume drystens tsjinwurkje; it de man mei klam en omslach fan wurden út 'e holle prate dat de frou as in sêfter, wûnderlik wyld en fakentiids noflik húsdier bewarre, fersoarge, beskerme, ûntsjoen wurde moat; it knoffelich en grimmitich byinoar garjen fan al it slaafske en liifeigene oan 'e posysje fan 'e frou yn it maatskiplik bestel doe en no (as soe slavernij in tsjinargumint en net earder in betingst foar alle

hegere kultuer, alle ferheging fan kultuer wêze): – wat betsjut dat allegearre oars as de tebroazeling fan 'e froulike ynstinkten, in ûntfrouliking? Ja, der binne genôch ûnnoazele froulju'sfreonen en frouwebedjers by de gelearde ezels fan it manlike slachte dy't de frou oanriede har sa lyk te ûntfroulikjen en bau alle domheden nei, dêr't de 'man' yn Europa, de Europeeske 'manlikheid' oan ljt, – oant en mei it krantlêzen en it politykjen ta. Guon wolle sels frije geasten en literatoaren fan froulju meitsje: as soe in frou sûnder frommens foar in djippe en godleaze man net wat folslein wearzichs of belachliks wêze – ; froulju'ssinen wurde bedoarn troch de syklikste en nuodlikste fan alle soarten muzyk (ús nijste Dútse muzyk) en hja wurde al mar oan hystearysker makke en ûngaadliker foar har earste en lêste berop, it bernjen fan krêftige bern. Guon wolle har sels noch mear 'kultivearje' en, lykas sein wurdt, it 'swakke geslacht' troch kultuer *sterk* meitsje: as soe de skiednis dêr wat oars leare en deryn druie as dat 'kultivearring' fan 'e minske en ferswakking – dus it swak, siik en stikken meitsjen fan 'e *wilskrêft*, altyd meiïoar yn 'e helter rûn ha, en dat de machtichste en ynfloedrykste froulju (langlêsten noch de mem fan Napoleon) krekt oan har wilskrêft – en net oan 'e skoalmasters – har macht en oerwicht oer de manlju te tankjen ha. Dat wat oan 'e frou respekt en fakernôch freze opropt, is har *natuer*, dy't 'natuerliker' is as dy fan 'e man, har wiere rôfdierf-tige, fyn ynleine linigens, har tigerklauwen ûnder de wanten, har naiviteit yn it egoïsme, har ûnferbetterlikens en ynderlike wyldens, it ûngrypbere, fiere, sweevjende fan har begearten en deugden... Wat by alle freze foar dy faaie en moaie kat 'frou' begrutsjen opropt, is dat it skynt dat se mear ljt, kwetsberder is, mear leafde nedich hat en mear ta ûntgûcheling feroardiele is as hokker oar dier ek. Freze en begrutsjen: mei dy fiellingen

stie de man oan no ta foar de frou, hieltyd mei ien foet al yn 'e trageedzje dy't ferskuort en lyrysk makket tagelyk –. Wat? En dêrmei binne wy oan 'e ein kommen? En de *ûnttsjoening* fan 'e frou is op kommandeweis? De ferfeelsumens fan 'e frou boazet stadichwei oan? Och Europa, Europa! Men ken it dier mei de hoarnen dat foar dy altyd it leidichst wie, dêr't foar dy altyd faaiens wankt! Dyn âlde fabel soe noch ien kear 'skiednis' wurde kinne, – noch ien kear soe in kolossale domheid dy oermânsk wurde kinne en dy meifiere! En gjin god ûnder har beskûl, nee, allinnich mar in 'idee', in 'modern idee'!...

Achtste haadstik

FOLKEN EN HEITELANNEN

[240]

Ik beharke, op 'e nij foar de earste kear – Richard Wagner syn Overture by de *Meistersinger*: dat is in prachtige, oerladene, swiere en ripe keunst, dy't de grutskens hat en ûnderstel foar syn begryp twa ieuwen muzyk as noch libben: – it siert de Dútsers dat dy grutskens him net fersind hat! Hokfoar soppen en krêften, hokfoar tiden fan it jier en streken fan 'e himel rinne dêr net trochinoar! Dat docht ús dan wer âldsinnich, dan wer frjemd, skerp en al te jong oan, dat is likegoed willekeurich as pompeus-tradysjoneel, dat is net selden bizich, faker noch bitter en grof, – dat hat fjoer en moed en tagelyk de sloppe, skiere hûd fan fruchten dy't te let ryp waarden. Dat strûzet breed en fol: en dan ynienen in stuit fan ûnbegryplik wifkjen, as in gat dat gappet tusken oarsaak en gefolch, in druk dy't ús dreame lit, benei de druk fan 'e hoeven fan in nachtmerje – , mar al gau weidet en ferwidet de âlde stream fan wolbehagen him wer, fan mannichfâldich wolbehagen, fan âld en nij loksfiellen, en dêrby *net in bytsje* ynbegrepen it lok fan 'e keunstner om himsels, dat er net foar him hâlde wol, syn fernuvere, lokkich meiwitten fan it masterskip fan 'e brûkte middels, fan nij bewurven, net earder útprobearre keunstmiddels, lykas er ús skynt te

ferklappen. Alles meiïoar gjin skientme, gjin suden, neat fan it subtile, súdlike ljochtsjen fan 'e himel, neat gjin graasje, gjin dûnsjen, hast gjin wil ta logika; in beskate plompens sels dy't noch ûnderstreke wurdt, as woe de keunstner ús sizze: 'Dat is krekt myn bedoeling'; in logge rissing, wat barbaarsk-willekeurichs en plechtichs, in efkes opljochtsjen fan gelearde en eerbiedwaardige kostberheden en kantwurk; eat dat Dúts is, yn 'e bêste en minste betsjutting fan it wurd, dat op Dútse wize mannichfâldich, sûnder foarm en ûnútpulik is; in beskate Dútse machtigens en oerfloed fan siel dy't net benaud is en hâld him efter it raffinemint fan ferfal beskûl, – dy't him dêr miskien pas op syn bêst fielt; in rjocht en wier skaaimerke fan 'e Dútse siel dy't tagelyk jong en âldsk, mear as opbrûkt en mear as ryk noch oan takomst is. Dy soarte fan muzyk drukt it bêste út wat ik fan 'e Dútsers tink: hja binne fan earjuster en fan oaremoarn, – *hja ha noch gjin hjoed.*

[241]

Wy 'goede Europeanen': wy ha ek oeren dat wy ússels in stege heitelannerij, in plof en tebekfal yn âlde leafdes en ingten tasteane – ik joech der krekt in foarbyld fan –, oeren fan nasjonale opkrôkingen, patriotistyske benearringen en allerhanne oare âldfrinzige ûnderstrûpingen troch de emoasje. Loggere geasten as wy binne, kinne mei wat him by ús ta in oere beheint en yn in oere útspile is, pas yn gruttere tiidromten klear komme, in healjier de iene, in heal minskelibben de oare, al neffens de fluggens en krêft dêr't se mei fertarre en har 'stoffen wikselje'. Ja, ik kin my sleauwe wifkjende rassen yntinke dy't ek yn ús flugge Europa heale ieuwen nedich wiene om sokke atavistyske oanfallen fan heitelannerij en berteplakgeplak te oerwinnen en

wer by har besleur te kommen, dat wol sizze wer by it ‘goede Europeanedom’ út te kommen. En wylst ik dy mooglikheid yn my omgean lit, mei it my barre dat ik eartsjûge bin fan in petear tusken twa âlde ‘patriotten’, – dy hearden beide sa’t skynt net sa goed mear en praten dêrom namste lûder. ‘Dy hâldt en wit fan filosofy likefolle as in boer of in kôrstudint,’ – sei de iene – : ‘dy is noch ûnskuldich. Mar wat makket it tsjintwurdich út! It is de tiid fan ’e massa’s: dy lizze foar al it massale op ’e knibbels. Allyksa as it de polityk oanbelanget. In steatsman dy’t har in nije toer fan Babel, in machtige mûnstersteat foartsjirmet, hjit by har ‘grut’: – wat makket it út dat wy, foarsichtiger en ôfhâldiger, ynearsten noch net fan it âlde leauwe ôffalle dat it allinne de grutte gedachte is dy’t in die en in saak grut makket. Stel, in steatsman brocht syn folk yn in posysje dat it tenei ‘grutte polityk’ bedriuwe moast, dêr’t it út syn aard wei min op berekkene en taret is: dan moat it foar in nijmoadrige twifelige midsmjittigens syn âlde wissichheden en deugden opofferje, – stel, in steatsman feroardielet syn folk der ta om út soarte te ‘politykjen’, wylst dat folk earder wol wat betteres te bedwaan en te betinken hie en yn it djipst fan syn siel in hoedene wearze foar it alarum, de legens en de ropperige deilisskip fan ’e wier politike folken net kwyt wurde kin: – stel, sa’n steatsman makket de ynslûge hertstochten en begearten fan syn folk geande, makket har wiis dat har dimmenens en har nocht oan it oan ’e kant stean in skande is, har leafde foar it bûtenlânske en har stille ûneinigens in misdie, har djipste driuwfearren neat wurdich, hy set har gewisse op ’e kop, makket har geast nearzich, har smaak ‘nasjo-naal’ – wat! In steatsman dy’t dat allegear docht, dêr’t syn folk yn alle mooglike takomsten, yn it gefal dat dat folk takomst hat, swier foar boetsje moat, sa’n steatsman soe *grut* wêze?’ ‘Sûnder

twifel', andere de oare patriot ferheftich: oars hied er it net *kind!* Miskien wie it dwaas en wol soks? Mar miskien is al it grutte yn it begjin allinne mar dwaas!' – 'Misbrûk fan wurden', raasde syn meipetearder dêr oerhinne: – 'Sterk! Sterk! Sterk en dwaas! *Net* grut!' – De âlde mannen hiene har klear te fernimmen tige opwûn doe't se inoar har 'wierheden' taraasden; ik lykwols, yn myn lok, myn oarekant, liet yn my omgean hoe gau as oer de sterken in sterkere baas wurde sil; en ek dat der foar de geastlike ferflakking fan in folk kompensaasje is, nammentlik as gefolch fan 'e ferdjipping fan in oar folk. –

[242]

Neam it 'beskaving' of 'ferminskliking' of 'foarútgong', dêr't hjoed de Europeanen har troch besykje te ûnderskieden; neam it sljochtwei, sûnder te priizgjen en te straffen, mei in politike formule de *demokratyske* beweging fan Europa: efter alle moralistyske en politike foargrûn dêr't mei sokke formules nei ferwiisd wurdt, hat in kolossaal *fysiologysk* proses plak dat hieltyd mear de guit kriget, – it proses fan 'e lykskeakeling fan 'e Europeanen, har hieltyd mear losreitsjen fan 'e omstannichheden dy't it ûntstean fan rassen bûn oan klimaat en stân begeunstigje, har tanimmende ûnôfhinklikheid fan eltse soarte fan miljeu dy't ieuwen lang mei deselde easken siel en lea begriffelje koe, – dus it stadige opkommen fan in wêzentlik boppenasjonale en nomadyske soarte fan minske dy't fysiologysk sprutsen ûnderskaat wurdt troch in maksimale oanpassingskeunst en – krêft. Dat proses fan dy Europeanen *yn wurding*, dat troch grutte tebekfallen yn tempo ferlet krije kin mar faaks krekt dêrtroch yn ferheftigens en djipte oanwint en oanwaakst – de no noch tsierende stoarm fan it 'nasjonale fiellen' heart dêr thús, allyk as it krekt opkommende

anargisme – : dat proses rint nei alle wierskyn op risseltaten út dêr't de naïve begeunstigers en foarsprekkers, de apostels fan 'e 'moderne ideeën', wol it minst op rekkene hiene. Deselde nije omstannichheden dy't troch de bank nommen in lykskeakeling en fermidsmjittiging fan 'e minske bewurkmasterje sille – in nuttich, warber, fleksibel en goed te bruken keppeldier minske – , dy binne ek yn 'e heechste graad gaadlik om útsûnderingsminken fan 'e faaiste en ferliedlikste soarte te produsearjen. Want mei't dy oanpassingskrêft, dy't hieltyd nije omstannichheden útprobearret en mei eltse generaasje, hast mei elts desennium, yn oar wurk slacht, de *machtigens* fan it type ûnmooglik makket; mei't de algehiele ympresje fan sokke takomstige Europeanen fan neisten dy fan in protte, praatsike, wilsearme en tige brûkbere wurkers wêze sil dy't de baas, dejinge dy't de linen útset, *nedich* binne as it deistich brea; mei't dus de demokratisearring fan Europa útrint op it opkweken fan in type taret op in aldersbylste *slavernij*: sil, yn it unike en útsûnderlike gefal, de *sterke* minske sterker en riker slagje moatte as faaks ea tefoar, – troch it brek oan foaroadielen yn syn ûnderwiis, troch it tûnbidige mannichfâld fan oefening, keunst en maskers. Ik bedoel: de demokratisearring fan Europa is tagelyk in masinery dy't ûnopsetlik *tirannen* opkweekt, – yn alle betsjuttingen fan it wurd, ek de meast yntellektuele.

[243]

Ik hear mei nocht dat ús sinne mei faasje dat út beweecht nei it stjerrebyld *Hercules* ta: en ik hoopje dat de minske op dizze ierde dat de sinne neidocht. En wy foarop, wy goede Europeanen! –

Der hat in tiid west dat it jin hiem wie en ûnterskiedt de Dútsers mei it wurd 'djiip': hjoed, no't it suksesfolste type fan it nije Dútsedom op hiele oare eare longeret en by alles wat djippens hat miskien de 'piid' mist, is it hast aktueel en patriotistysk en twifelje deroan oft men jinsels doedestiids mei dy lof net bedraaid hat: koartwei, oft de Dútse djippens yn 'e grûn net wat oars en wat slimmers is, – en wat dat men, tankje God, op it punt stiet mei sukses kwyt te wurden. Lit ús dêrom writen dwaan en skerpe ús idee fan 'e Dútse djippens oan: men is dêrfoar neat nedich as in bytsje fiviseksje op 'e Dútse siele. – Dy Dútse siele is boppe alles mannichfâldich, fan ûngelikense ôfkomst, mear gear- en oaninoar plakt as wier boud: dat komt troch syn komôf. In Dútsers dy't sa dryst wêze soe en hâld út 'twa sielen wenje, oe heden, by my yn it boarst' soe him slim oan 'e wierheid fergripe, better sein, in protte sielen by de wierheid benefter bliuwe. As folk fan 'e alderraarste mjuks en smots fan rassen, miskien sels mei in mearderheid fan foar-aryske eleminten, as 'folk fan 'e midden' yn alle opsichten, binne de Dútsers ûngrypberder, wiidfiemjender, kontradiktwaardder, ûnbekender, ûnberekenberder, ferrassender, sels ferskrikliker as oare folken foar harsels binne: – se ûntwine har oan *definysjes* en bringe dêrmei al de Frânsen yn fertwifeling. It karakterisearret de Dútsers dat by har de fraach 'wat is Dúts?' nea útstjert. Kotzebue koe syn Dútsers grif goedernôch: 'wy binne werkend', jubelen se him ta, – mar ek *Sand* tocht dat se har koe. Jean Paul wist wat er die doe't er him grimich tsjin Fichte syn ûnwiere mar patriotistyske sjerpsmarderijen ôfsette, – mar it hat eigenskip dat Goethe oars oer de Dútsers tocht as Jean Paul, ek al joech er him oangeande Fichte gelyk. Hoe as Goethe eins oer de Dútsers tocht? – Mar dy hat him oer

in protte dingen om him hinne nea dúdlik útlitten en wist sa lang as er libbe op it krechte stuit fyntsjes te swijen: – nei alle gedachten hied er dêr goede redenen foar. Wis is dat it net ‘de frijheidsoarloggen’ wiene dy’t him opfleuren, likemin as de Frânske revolúsje, – it barren dat makke dat er syn Faust, ja it hiele probleem ‘minske’ *op ’e nij konsipearre*, wie it optreden fan Napoleon. Der binne útspraken fan Goethe dêr’t er it, as út it bûtenlân wei, mei ûngeduldige hurdens en ferachting hat oer dat dêr’t de Dútsers grutsk op binne: it romrofte Dútse moed hat er ris definearre as ‘konsideraasje mei frjemde en eigen swakten’. Hat er fan dat oangeande ûngelyk? – It karakterisearret de Dútsers dat men oer harren komselden hielendal ûngelyk hat. De Dútse siele hat gongen en tuskengonkjes, der binne hoalen, beskûlplakken, boarchtsjerkers; syn disoarder hat in protte fan ’e leidigens fan it heimsinnige; de Dútser hat besleur fan it slûperspaad nei gaos. En sa’t alleding fan syn likens hâldt, sa hâldt de Dútser fan wolkens en fan al dat ûnhelder, yn wurding, skimerich, fochtich en bedutsen is: it ûnwisse, noch net foarme, ferskowende, waaksende fan alderhanne soarte fielt er as ‘djip’. De Dútser sels *is* net, hy *wurdt*, hy ‘ûntjout him’. ‘Untjouwing’ is dêrom de eigentlike Dútse fynst en foltreffter yn it grutte ryk fan filosofyske formules: – in ynfloedryk begryp dat mei Dúts bier en Dútse muzyk as bûnsmaten krewearret om hiele Europa Dúts te meitsjen. Bûtenlanners fielle har fernuvere en oanlutsen troch de riedsels dêr’t de kontradiktware essinsje fan ’e Dútse siel har foar stelt (dy’t Hegel yn in systeem, Richard Wagner by einsluten noch op muzyk set hat). ‘Goedmoedich en slûchslim’ – dy twa nêst inoar, ûnsinnich by alle oare folken, dat fynt spigtigernôch mar al te faak rjochtfeardiging yn Dútslân: hâld mar ris in setsje by de Swaben ta! De loggens fan ’e Dútse gelearde,

syn maatskiplike smakeleazens ferdraacht him ysbearlike goed mei in ynderlik koarddûnsjen en in lichte kloekmoedigens dy't alle goaden al leard ha te frezen. Wa't in fisuele demonstraasje fan 'e 'Dútse siel' ha wol, moat mar ris nei de Dútse smaak, de Dútse keunsten en wensten sjen: hokker boerske ûnferskilligens foar 'smaak' oer! Hoe steane dêr it ealste en it platste nêstinoar! Hoe slof en ryk is dy hiele sielshûshâlding! De Dútser *pakt om* mei syn siel; hy pakt om mei alles wat er belibbet. Hy fertart syn wederwarichheden net goed, hy komt der nea mei 'klear'; de Dútse djippens is faak net mear as in moedsume, yn it gat hingjende 'spiisfertarring'. En sa't al dy't wend is siik te wêzen, alle dyspeptisy de noflikke kant it neist binne, sa hâldt de Dútser fan 'iepenens' en 'argeleazens': hoe *noflik* is it en wês iepen en argeleas! – It binne tsjintwurdich faaks de faaiste en treflikste ferklaiersklean dy't de Dútser ta syn foldwaan hat, dat fertrouwende, yn 'e mjitte kommende, dat iepen kaart spyljende fan 'e Dútse *earlikheid*: dat is syn eigentlike Mefistofeles-keunst, dêrmei kin er it noch 'fier skoppe'! De Dútser lit him gean, sjocht dêrby út trouwe blauwe lege Dútse eagen – en fuort hâldt it bûtenlân him foar syn keamerjas! – Ik woe mar sizze: de 'Dútse djippens' mei wêze wat er wêze wol, – strikt ûnder ús meie wy der fan ússels wol wat om gnyskje? – Wy dogge der goed oan en hâld syn oansjen en goede namme ek tenei yn eare, en doch ús âlde rop as folk fan 'e djippens net al te gau fan 'e hân foar Prússyske 'piid' en Berliner humor. It is foar in folk ferstannich om foar djip, foar ûnhandich, foar guodlik, foar earlik, foar net sa tûk troch te gean, om jin dêrfoar trochgean *te litten*: it soe sels wolris – djip wêze kinne! By einsluten: men moat syn namme eare oandwaan, – men hjit net om 'e nocht it 'tiusche' folk, it tefiter-folk ...

De 'goede âlde' tiid is foarby, en hat him yn Mozart útsongen: – wat in gelok foar ús dat *ús* syn rokoko noch oansprekt, dat syn 'goede selskip', syn sêftsedich dweepjen, syn bernewille om it ûnpraktyske en tierelierige, syn hoflikens fan moed, syn langst nei it sierlike, fereale, dûnsjende, triennen-sillige, syn leauwe oan it Suden noch oan ien of oar *oerbliuwsel* yn ús appelearje kin! Och, ea sil dat foarby wêze! – Mar wa soe der oan twifelje dat it noch earder mei it begripen fan en de smaak foar Beethoven foarby wêze sil! – Dy't ommers inkel mar in styloergong en stylbrek útlette en *net*, lykas Mozart, in grutte ieuwenâlde Europeeske smaak. Beethoven is de gearfal fan in âlde, wurge siele dy't hieltyd brekt mei in takomstige, mear as jonge siel dy't hieltyd op *kom-mendeweis* is; oer syn muzyk leit dat twiljocht fan it ivich ferliezen en it ivich ûnberoid hoopjen, – itselde ljocht dat oer Europa lei doe't it mei Rousseau dreamde, doe't it om 'e frijheidsbeam dûnse en by einsluten hast Napoleon oanbea. Mar hoe fluch ferblikt tsjintwurdich *dat* fiellen, hoe dreech is it hjoed sels al om noch fan dat fiellen te *witten*, – hoe frjemd klinkt ús yn it ear de taal fan in Rousseau, Schiller, Shelley, Byron, yn wa't *allegearre* itselde Europeeske lot it paad nei it wurd fûn hawwe dat Beethoven wist te sjongen! – Wat oan Dútse muzyk dêrnei kommen is, heart by de romantyk, dat wol sizze, by in, histoarysk besjoen, noch koartere, noch flechtiger, noch oerflakkiger beweging as dat grutte tuskenspul al wie, dy oergong fan Europa fan Rousseau nei Napoleon en nei de opkomst fan 'e demokrasy ta. Weber: mar wat sizze *ús* tsjintwurdich *Freischütz* en *Oberon* noch? Of Marschner syn *Hans Heiling* en *Vampyr*! Of sels Wagner syn *Tannhäuser*! Dat is ferklonkene, ek al is it noch net ferjitten, muzyk. Al dy muzyk fan 'e romantyk wie boppedat net foarnaam genôch, net

muzyk genôch, om oars noch rjochten te hawwen as yn it teater en by de kliber; it wie fan it begjin ôf oan muzyk fan 'e twadde rang, dy't by wiere musisy net achte waard. Oars stiet it mei Felix Mendelssohn, dy halkyonyenske master dy't om syn lichtere, keinere, befoarrjochte siele gau fereare en like gau fergetten waard: as in moai *ynsidint* yn 'e Dútse muzyk. Wat Robert Schumann lykwols oanbelanget, dy't alles swier opnaam en fan it begjin ôf swier opnommen is – dat is de lêste dy't in skoalle stifte hat – : is it ús hjoeddedei net in seine, in ferazeming, in befrijing, dat dy seldichste Schumanneske romantyk oerwûn is? Schumann, yn siel flechtsjend nei it 'Saksysk Switserlân', fan aard heal Werther-eftich, heal Jean-Paul-eftich, wis net Beethoven-eftich! Wis net Byron-eftich! – syn Manfred-muzyk is in misgreep, in die fan ûnbegryp, hast in ûnrjocht –, Schumann mei syn smaak dy't winlik in *lytse* smaak wie, (nammentlik in faaie, by Dútsers dûbel faaie oanstriid nei stille lyryk en dronkenens fan fiellen), dy't hieltyd oan 'e kant giet, skou de hannen wringt en him tebek lûkt, in eale sêfte sok, dy't yn suver anonime lok en pine swolch, in soarte fan famke en noli me tangere ('reitsje my net oan') yn al syn ynhou-ten: dy Schumann wie yn 'e muzyk al net mear as in *Dúts* barren, net in Europeesk barren lykas Beethoven wie, en dy sels mear as Mozart, – mei Schumann wankte it grutste gefaar foar de Dútse muzyk, it gefaar *de stim foar de siel fan Europa* te ferliezen en yn in earmoedige heitelannerij werom te fallen. –

[246]

- Hokfoar martling binne Dútse boeken foar wa't it *tredde* ear hat! Hoe wrantelich stiet sa'nent njonken de stadige draaistream yn 'e sompe fan klanken sûnder klang, fan ritmen sûnder dûns, dy't by Dútsers in 'boek' neamd wurdt! En dan de Dútser dy't

boeken lêst! Hoe slof, hoe sribbelich, hoe striemin lêst er! Hoefolle Dútsers witte, en easkje it fan harsels te witten, dat der *keunst* yn eltse goede sin sit – keunst dy't fernommen wurde wol, foar safier as de sin begrepen wurde wol! In misbegryp fan it tempo fan 'e sin bygelyks: en de sin sels wurdt net begrepen! Men mei oangeande de foar it ritme beskiedende wurdliiden net yn bestân stean, men moat de brekking fan 'e al te strange symmetry as opsetsin en stimulâns fielle, men moat by alle staccato, alle rubato in subtyl en ferduldich ear te harkjen lizze, men moat de sin fan 'e folchoarder fan lûden en twilûden efterhelje, en hoe sêft en hoe ryk se har yn inoars selskip kleurje en omkleurje kinne: wa fan 'e boekjelêzende Dútsers hat de goede wil en wol sokke plichten en easken wêze en lit de earen hingje nei safolle keunst en opsetsin yn 'e taal? Hja ha der 'it ear net foar': en sa wurde de sterkste tsjinstellingen yn styl net heard en it subtylste keunstnerskip wurdt oan dôvemansearen *fergriemd*. – Dat wiene myn tinzen doe't ik fernaam dat de lju rûch en sûnder aan twa masters yn 'e proazakeunst trochinoar hellen, ien dy't wifkjend en kâld wurden ôfskiedt as de oesdrip fan it tek boppe in fochtige hoale – hy rekkenet op har dompe klank en wjerklank – en in oar dy't syn spraak as in bûchsume degen hantearret en fan top ta teil it nuodlike lok fan 'e triljende, flymskerpe klinge fielt, dy't bite, fykje, systerje wol. –

[247]

Hoe'n bytsje oft de Dútse styl mei de klank en de earen te krijen hat, docht bliken út it feit dat krekt ús goede muzisy min skriuwe. De Dútser lêst net lûdop, net foar it ear, mar inkeld mei de eagen: hy hat dêrby syn earen yn it burolaad lein. De antike minske lies, as er lies – it barde net al te faak – himsels wat foar,

en dan mei útset lûd; hy fernuvere him deroer as ien stillies en frege him ûnderdúmsk ôf wêrom. Mei útset lûd: dat wol sizze, mei alle op-en-dellingen en omslaggen fan toan en wiksels fan tempo dêr't de antike *iepenbiere* wrâld har wille fan hie. Doe-destiids wiene de regels foar it skriuwen deselde as dy foar it sprekken; en dy regels hongen foar in part fan 'e útsûnderlike ûntjouwing, de subtile ferletten fan ear en strôtbal ôf, foar in part fan 'e sterkens, doer en macht fan 'e antike longen. In folsin is, foar de âlden, fral in fysiologysk gehiel, mei't er yn ien azem gearnommen wurdt. Sokke folsinnen lykas by Demostenes, by Cicero foarkomme, twa kear op en twa kear delgeand en alles binnen ien azemswolch: dat is in wille foar *antike* minsken dy't de deugd dêrfan, it seldene en drege yn 'e foardracht fan sa'n folsin, út eigen ûnderfining ynskatte koene: – *wy* ha eins gjin rjocht op 'e *grutte* folsin, wy dy't modern binne, koartamich yn alle betsjuttingen fan it wurd! Dy âlden sels wiene ommers wat it sprekken oangiet allegear leafhawwers, dus kenners, dus kritisy, – dêrtroch fergen se har sprekkers op it uterste; allyksa kaam yn 'e foarige ieu, doe't alle Italianen en Italiaansken goed sjonge koene, de firtuoaze sjongerij (en dêrmei ek de melody-keunst –) by harren op in hichtepunt. Yn Dútslân wie der lykwols (oant yn ús tiid dêr't in soart fan amtnersredenrikens skou en plomp genôch har jonge wjukken útslacht) eins net mear as ien soarte fan publike en *min ofte mear* keunstmjittige sprekkerij: dy fan 'e preekstoel. De preker allinne wist yn Dútslân wat in wurdlied, wat in wurd waacht, yn hoe fier't in sin slagget, springt, delstoart, rint, útrint, hy allinnich hie in gewisse yn syn earen, fakernôch in kwea gewisse: want der binne redenen by de rûs dat krekt by in Dútser de betûftens yn 'e sprekkerskeunst komselden en hast altyd te let wûn wurdt. It masterstik fan it

Dútse proaza is dêrom, yn alle binlikens, it masterstik fan syn grutste preker: de *bibel* wie oan no ta it bêste Dútse boek. Ferlike mei Luther syn bibel is hast al it oare net mear as 'literatuer' – eat dat net yn Dútslân opwoeks en dêrom likemin op Dútse herten woeks en waakst: lykas de bibel die.

[248]

Der binne twa soarten fan sjeny: ien dy't boppe alles oanset en oansette wol, en in oar dy't him graach befruchtsje lit en bernet. En allyksa binne der by de geniale folken sokken dy't it frouljus-probleem fan it swier wêzen en de geheime opjefte fan it foarm jaan, rypjen, foltôgjen taparte is – de Griken wiene bygelyks sa'n folk, en de Frânsen ek – ; en oaren dy't befruchtsje moatte en de oarsaak fan nije oarders fan libjen wurde, – lykas de joaden, de Romeinen en yn alle beskiedenens frege, de Dútsers? – folken oanfitere en yn ferrukking brocht fan ûnbekende koartsen en sûnder ferwin út harsels nei bûten jage, fereale en gleon op frijemde rassen (op sokken dy't har 'befruchtsje litte' –) en dêrby hearsksuchtich as alles dat him fol fan oansetterskrêft en dus 'fan 'e graasje Gods' bewit. Dy twa soarten fan sjeny sykje inoar, as man en frou; mar se begripe inoar ek ferkeard, – as man en frou.

[249]

Alle folken ha har eigen dwaasheden, en neame dat har deugden. – It bêste wat men is, ken men net, kin men net kenne.

[250]

Wat Europa oan 'e Joaden te tankjen hat? – Fan alles, goed en tsjoed, en boppe alles ien ding dat fan it bêste en it tsjoedste tagelyk is: de grutte styl yn 'e moraal, de frezelikens en

majesteit fan ûneinige easken, ûneinige betsjuttingen, de hiele romantyk en ferhevenens fan moralistyske twifeleftichheden – en dus krekt it oanlokklikste, wippelichste en treflikste part fan dy kleurepracht en ferlokkingen om te libjen, yn dy syn neiglâns hjoed de himel fan ús Europeeske kultuer, syn jûnshimel, readet – miskien dea giet. Wy keunstners ûnder de taskôgers en filosofen binne dêr de Joaden – tankber foar.

[251]

Men moat it op 'e keap ta nimme as oer in folk, dat oan 'e nasjonale sinekoarts en politike ambysjes lijt, lije *wol* – , allerhanne wolkens en depresjes lûke, koartsein, lytse oanfallen fan ferdoming: bygelyks by de Dútsers fan hjoed dan wer de antyfrânske dommens, dan wer de antyjoadske, dan wer de antypoalske, dan wer de kristlik-romantyske, dan wer de Wagneriaanske, dan wer de Teutoanske, dan wer de Prússyske (sjoch mar ris nei dy earne histoary, dy Sybels en Treitzschkes mei de hollen yn it ferbân –) en hoe't se ek hjitte meie, dy lytse dwylsinnichheden fan 'e Dútse geast en it Dútse gewisse. Ferjou my dat ik allyk, by in koart weachhalzich belet yn tige ynfektarre kontreien, net alhiel fan 'e sykte frij bleau en begûn, lykas de hiele wrâld, te typseljen mei tinzen oer saken dy't my neat oan gyngen: it earste teken fan 'e politike ynfeksje. Bygelyks oer de joaden: harkje mar. – Ik ha noch gjin Dútser moete dy't de joaden tagedien wie; en hoe kompromisleas as de ôfwizing fan it wiere antysemityske gedoch fan 'e kant fan foarsichtich en polityk folk ek wêze mei, doch rjochtet dy foarsichtigens en polityk him net tsjin it soarte fan fiellen sels, mar inkeld tsjin syn nuodlike ûnberongenens, yn it bysûnder tsjin 'e ûnsmaaklike en skandlike útdrukking fan dat ûnberonge fiellen, – dêr hoecht men gjin yllúzjes oer te hawwen. Dat Dútslân mear

as *genôch* joaden hat, dat de Dútse mage, it Dútse bloed in swiere sile lûkt (en noch lang lûke sil) om sels dat lytse kwantum 'joaden' te ferwurkjen – lykas de Italianen, de Frânsen, de Ingelsen dat al dien ha, troch in bettere spiisfertarring – : dat is de kleare útdrukking en taal fan in algemien ynstinkt dêr't men nei hearre en hannelje moat. 'Gjin nije joaden mear it lân yn litte! En fral yn it Easten (ek yn Eastenryk) de doar ticht dwaan!', alsa beskikt it ynstinkt fan in folk, dat noch sa swak en ûnbeskaat fan aard is, dat it maklik ferwiske wurdt, maklik troch in sterker ras oplost wurde kin. De joaden binne sûnder mis it sterkste, taaiste en suverste ras dat tsjintwurdich yn Europa libbet; se witte har sin sels ûnder de minste omstannichheden troch te setten (sels better, as ûnder geunstige omstannichheden), troch beskate deugden dy't de lju tsjintwurdich graach as ûndeugden bestimpelje soene, – fral troch in beret leauwe dat him foar de 'moderne ideeën' oer net hoecht te skamjen; hja feroarje, *as* se feroarje, altyd allinnich sa, lykas it Russyske ryk syn feroveringen makket, – as in ryk dat it oan tiid hat en net fan juster is – : want neffens de stelregel 'sa stadich as mooglik!' In tinker dy't de takomst fan Europa op 'e noed hat, sil by alle ûntwerpen dy't er foar himsels fan dy takomst makket, mei de Joaden rekkenje as mei de Russen, as de ynearsten meast fêste en wierskynlike faktoaren yn it grutte spul anneks striidperk fan krêften. Dat wat tsjintwurdich yn Europa 'naasje' hjit, en eins mear in 'res facta' is (in makke saak) as 'nata' (berne), ja bytiden hast net te ûnderskieden is fan in 'res ficta et picta' – (in optochte en ûnechte saak), is yn alle gefallen in ding yn wurding, jong, te beynfloedzjen, noch gjin ras, lit stean in 'aere perennius' (in brûnzen duorsumens) lykas it joaden-aard is: dy 'naasjes' soene har doch mei soarch foar alle hjithollige konkurrinsje en fijannichheid yn acht nimme moatte! Dat de joaden, as se woene – of, as guons

har der ta twongen lykas de antysemiten lykje te wollen – , no al it oerwicht, ja letterlik de hearskippij oer Europa ha *koene*, stiet fêst; dat se dêr *net* op ta wurkje en planne, allyksa. Foarearst wolle en winskje se earder, mei wat opkringerichheid sels, yn Europa, troch Europa ynsûge en opsûge te wurden, hja longerje derop en wês lang om let earne thús, legitym, respektearre, en berongje it nomadelibben, de ‘ivige joad’ – ; en men soe dy trek en oanstriid (dy’t faaks sels al in mylder wurden fan it Joadske ynstinkt útdrukt) goed beachtsje en temjitte komme moatte: en dêrom soe it faaks nuttich en binlik wêze en set de antysemityske baltbekken it lân út. Mei alle foarsichtigens temjitte komme, mei ûnderskied; likernôch sa’t de Ingelse adel docht. It leit foar de hân dat de sterkere en al skerper úttekene typen fan it nije Dútsedom har sûnder tefolle swierrichheden mei har ynlitte koene, bygelyks de adelike ofsieren út ’e Mark Brandenburg: it soe yn ferskate opsichten nijsgjirrich wêze en sjoch oft by de erflike keunst fan it hjitten en it hearrich wêzen – yn beide is it bedoelde lân hjoeddedei klassyk – ek net it sjeny fan it jild en it geduld (en fral wat geast en wat yntellekt, dy’t dat niisneamde plak tige brek is –) taheakke, oankweekt wurde koene. Mar op dit punt jout it foech om myn fleurige Dútslannerij anneks feestrede ôf te brekken: want ik kantroer al oan myn *earnst*, oan it ‘Europeeske probleem’, sa’t ik dat opfetsje, it probleem fan it kweekjen fan in nije kaste dy’t oer Europa regearje sil.

[252]

Dat is gjin filosofysk ras – dy Ingelsen: Bacon betsjut eins in *oanfâl* op ’e filosofyske geast sels, Hobbes, Hume en Locke in fernedering en devaluaasje fan it begryp ‘filosoof’ foar mear as in ieu. *Tsjin* Hume kaam Kant nei foaren en omheech; Locke

wie it dêr't Schelling fan sizze *mocht*: 'je méprise Locke'; yn 'e striid mei de Ingelsk-meganyske wrâld-ferdwazing wiene Hegel en Schopenhauer (mei Goethe) ienriedich, de oars sa fijannige bruorsjenyen yn 'e filosofy dy't nei tsjinoerstelde poalen fan 'e Dútse geast útinoar woene en inoar dêrby ûnrjocht oandiene sa't allinnich bruorren dat dogge. – Dêr't it yn Ingelân oan mankearret en altyd mankearre hat, dat wist dy heale toaniel-spiler en retor goedernôch, dy wansmakige tiisholle Carlyle dy't ûnder emosjonele kluchten besocht te ferbergjen wat er fan himsels wist: nammentlik wêr't it by Carlyle oan *mankearre* – oan wiere *macht* fan it yntellekt, oan wiere *djipte* fan 'e yntellektuele blik, koartsein, oan filosofy. – It is karakteristyk foar sa'n ûnfilosofysk ras dat it him strang oan it kristendom hâldt: it hat de tucht dêrfan *nedich* om 'moralistysk' en minsklik te bliuwen. De Ingelsman, tsjusterder, sinliker, wilsterker en brutaler as de Dútser – hy hat it kristendom noch *mear nedich*. Foar fine noastergatten hat sels dat Ingelse kristendom noch in echt Ingelse byrook fan mankelikens en alkohoalske ûnmjittigens, dêr't it mei goede redenen as genêsmiddel tsjin brûkt wurdt, – it subtile gif tsjin it rûge: in subtile fergiftiging is yndie by lompe folken al in foarútgong, in stap nei de geast. De Ingelse lompens en boere-earnst wurdt troch de kristlike gebaretaal en troch te bidden en psalmsjongen noch it bêst ferklaaid en fernearber makke, kreker: oars útlein en betsjutting jûn; en foar dat fee fan sûphalzen en swiften dat eartiids ûnder it bewâld fan it metodisme en okkerlêsten wer as 'Leger des Heils' moreel leart te brimmen, mei in boetekramp wier de foar har dwaan heechste utering fan 'humaniteit' wêze dêr't se ta opfitere wurde kinne: safolle mei men binlikerwize wol ynskikke. Wat lykwols oan 'e humaanste Ingelsman noch mislediget, dat is syn brek

oan muzyk, om it figuerlik (en net figuerlik –) te sizzen: hy hat yn 'e bewegingen fan syn siel en lea gjin ritme en dûnsjen, ja sels net de begearte nei ritme en dûnsjen, nei 'muzyk'. Hear him ris praten; sjoch de moaiste Ingelse froulju ris *rinnen* – yn gjin oar lân binne moaiere downen en swannen, – by einsluten: hear se ris sjongen! Mar no freegje ik tefolle ...

[253]

Der binne wierheden dy't it bêst troch midsmjittige koppen ûnderkend wurde, om't sy der it bêst by passe, der binne wierheden dy't allinnich foar midsmjittige geasten oanfiterings- en ferliedingskrêft ha: – dy faak ûnnoflike stelling kriget men fral tsjintwurdich yndruid, sûnt de geast fan respektabele mar midsmjittige Ingelsen – ik tink oan Darwin, John Stuart Mill en Herbert Spencer – yn 'e middenmoat fan 'e Europeeske smaak de oerhân krigen hat. Yndie, wa soe betwifelje wolle dat it nuttich is as bytiden *sokke* geasten foar master opslane? It soe in fersin wêze en tink dat de heech en op harsels fleanende geasten bysûnder gaadlik binne om in protte platte feitsjes te obstrewearjen, te sammeljen en yn konklúzjes te ferpakken: – dy binne krekt, as útsûnderingen, yn it foar al yn in ûngeunstige posysje foar de 'regels' oer. Se ha op it lêst mear te dwaan as allinnich mar te ûnderkennen – nammentlik wat nijs te *wêzen*, wat nijs te *fersjintwurdigjen*, nije wearden *stal te jaan!* De kleau tusken it witten en it kinnen is faaks grutter, ek aakliker, as dat men tinkt: de kinner yn 'e grutte styl, de skepper sil mooglik ien dy't net wit wêze moatte, – wylst oan 'e oare kant foar it dwaan fan wittenskiplike ûntdekkingen fan it type Darwin in beskate beheindens, toarrens en warbere krektens, koartsein, wat Ingelsks net ûngaadlik is. – Ferjit by einsluten oangeande

de Ingelsen net dat se al ien kear mei har djippe midsmjittigens in algehiele depresje yn 'e Europeeske geast tweibrocht ha: dat wat 'de moderne ideeën' of 'de ideeën fan 'e achttjinde ieu' of ek wol 'de Frânske ideeën' neamd wurde, – dus datjinge dêr't de *Dútse* geast mei wearze tsjin yn it gewear kommen is – , dat kaam by de Ingelsen wei, dat stiet net yn bestân. De Frânsen ha net mear as de apen en toanielspiilers fan dy ideeën west, ek de bêste soldaten derfan, likegoed as, spitigernôch, de earste *slachtoffers* derfan: want troch de ferflokte anglomany fan 'e 'moderne ideeën' is lang om let de Frânske siel sa tin en meager wurden, dat men jin hjoed har sechstjinde en santjinde ieu, har djippe fûle krêft, har kreative foarnamens hast sûnder it te leauwen yn it sin bringt. Men moat lykwols dat oardiel fan histoaryske binlikens mei beide hannen fêsthâlde en tsjin 'e skyn fan each en stuit ferdigenje: de Europeeske noblesse – fan it fiellen, fan 'e smaak, fan 'e sede, koartsein, yn alle hegere betsjuttingen fan it wurd – is wurk en útfining fan *Frankryk*, de Europeeske massakultuer, it plebeeërdom fan 'e moderne ideeën – komt fan *Ingelân*. –

[254]

Tsjintwurdich is Frankryk ek noch de sit fan 'e meast geastlike en subtile kultuer fan Europa en de hegeskoalle fan 'e goede smaak: mar men moat dat 'Frankryk fan 'e goede smaak' al fine kinne. Wa't derby heart, hâldt him goed ferburgen: – it mei in lyts tal wêze dêr't it stal en libben yn kriget, en dêrby gauris minsken dy't net al te fêst op 'e skonken steane, foar in part fatalistysk, fertiisd of siik folk, foar in part folk yn lúkse en keunst bebeakere, sokken dy't de *earsucht* ha en hâld har bestean geheim. Ien ding is har mien: se hâlde de earen ticht

foar de bearende dommens en de roppende baltbek fan 'e demokratyske boergeoisy. Yndie wrantelet hjoeddedei op 'e foargrûn in dom en grof Frankryk, – it hat okkerlêsten, by de begraffenis fan Victor Hugo, in wiere orgy fan wansmaak en tagelyk fan selsbewûndering belibbe. Wat oars is har ek mien: in goede wil om it tsjin 'e geastlike germanisearring yn 'e kant te setten – en in noch better ûnfermogen dêrta! Miskien is Schopenhauer hjoeddedei yn dat Frankryk fan 'e geast, dat ek in Frankryk fan it pessimisme is, al mear thús en eigen wurden as er ea yn Dútslân west hat; om it mar net te hawwen oer Heinrich Heine, dy't foar de sinniger en fysiniger lyrisy fan Parys al lang fleis en bloed wurden is, of oer Hegel, dy't hjoeddedei yn it stal fan Taine – dat is de *earste* libbene histoarikus – , in hast tirannike ynfloed útoefenet. Wat Richard Wagner lykwols oanbelanget: wat mear as de Frânske muzyk leart him neffens de wiere ferletten fan 'e moderne siel te ûntjaan, wat mear as se 'wagnerisearje' sil, dat kin foarsein wurde, – se dogge dat no al genôch! Dochs binne der trije saken dy't de Frânsen ek no noch grutsk as har eigenste erfgoed oanwize kinne, en as ûnwif skaaimerke fan in âlde kulturele oermacht oer Europa, likefolle wat der oan frijwillige of ûnfrijwillige germanisearring en massafikaasje fan 'e smaak plakhân hat: ien is it fermogen ta keunstsinnige fûlens, foar tawijing oan 'e 'foarm' dêr't de siswize 'l'art pour l'art' njonken tûzen oaren foar útfûn is: – dy seldichste hat it yn Frankryk sûnt trije ieuwen net oan ûntbrutsen en hieltyd wer, mei troch de earbied foar it 'lytse getal', in soarte keamermuzyk fan 'e literatuer mooglik makke, dêr't men oars yn Europa om 'e nocht om sykje sil –. It twadde dêr't de Frânsen in kulturele oermacht oer Europa op grûnfêste kinne, is har âlde komplekse *moralistyske* kultuer dy't makket dat men

troch de bank nommen sels by lytse kranteromansjees en tafalige bûlevardblêdskriuwers in psychologyske fynfielligens en nijsgjirrigens fynt dêr't men yn Dútslân gjin beroai (lit stean in wjergader) fan hat. Dêrfoar mist it de Dútsers oan in pear ieuwen fan it moralistyske soarte dy't, lykas sein, Frankryk net út 'e wei gongen is; wa't de Dútsers dêrom nayf neamt, lovet in lek. (As tsjinoerstelde fan 'e Dútse ûnbedreaunens en ûnskuld yn voluptate psychologica (de wollust fan 'e psychology) dy't mei de ferfeelsumens fan it Dútse sosjale kontakt net alhiel ûnbesibbe is, – en as meast slagge útdrukking fan in echt Frânske nijsgjirrigens en opmerksumheid foar dat ryk fan it stille griljen mei Henri Beyle jilde, in apart man, in foaroprinner, syn tiid foarút, dy't mei Napoleontyske faasje troch *syn* Europa, troch meardere ieuwen fan 'e Europeeske siele reizge, as ien dy't dy siel gewaar wurdt en ûntdekt: – der wiene twa generaasjes foar nedich om him op ien of oare wize *yn te beljen*, om in pear fan 'e riedsels nei te rieden dy't him faksearren en lyrysk makken, dy wûnderlike epikurist en fraachtekenminske dy't Frankryk syn lêste grutte psycholooch wie –). Der is noch in tredde oanspraak op kulturele oermacht: it wêzen fan 'e Frânsen is in heal-slagge synteze fan it Noarden mei it Suden dy't makket dat se in protte dingen begripe en in protte oaren dogge dy't in Ingelskman nea begripe sil; har temperamint, peridyk ôfhinklik en ôfkearich fan it Suden, dêr't bytiden it provensaalske en Ligueryske bloed yn brûzet, warret him fan 'e gryslke Noardske grizens en somberens en de sinneleaze begripespoeken en bloedearmoed, – ús *Dútse* sykte fan 'e smaak, dêr't de Dútsers har op slach en stuit en mei grutte berêdsumens bloed en iis, dat wol sizze 'de grutte polityk' tsjin foarskreaun ha (neffens in nuodlik dokterjen dat mei leart om

te wachtsjen en te wachtsjen mar noch net om te hoopjen –). Hjoed allyk noch bestiet der yn Frankryk yn it foar in begripen en yn 'e mjitte kommen fan dy seldsumere en seldom befredige minsken dy't te grut binne om nocht oan heitelânsk gedoch te hawwen en dy't yn it Noarden it Suden, yn it Suden it Noarden witte te beminnen, – de hikke en teine middellanners, de 'goede Europeanen'. – Foar harren hat *Bizet* muzyk makke, it lêste sjeny dat in nije skientme en ferlieding sjoen, – in stik *Suden fan 'e muzyk* ûntdutsen hat.

[255]

Mei de Dútse muzyk moat men op jins iepenst wêze. Stel dat ien it Suden leaf hat lykas ik it leaf ha, as in grutte learskoalle fan genêzing, yn it geastlikst en yn it sinlikst, as in ûnberonge oerfloed en helderheid fan sinneljocht dy't him oer in eigenmachtich, fan himsels oertsjûge bestean wreidet: wolno, sa'nent sil it wol leare en nim him foar de Dútse muzyk te wacht om't dy, mei't dy syn smaak wer yn it ûnleech fiert, syn sûnens mei yn it ûnleech fiert. Sa'n súdlanner, net fan komôf mar fan *leaurwe*, moat, as er fan 'e takomst fan 'e muzyk dreamt, ek fan in ferlosing fan 'e muzyk fan it Noarden dreame en it foarspul fan in djippere, machtiger, faaks kweader en geheimsinniger muzyk yn 'e earen ha, in mear as Dútse muzyk dy't foar de blauwe gleone see en it middellânske griljen fan 'e loft net fertsjocht, fergielet, ferblikt lykas alle Dútse muzyk docht, in mear as Europeeske muzyk dy't sels by de brune ûndergong fan 'e sinne yn 'e woastyn net belies jout, waans siele mei de palm besibbe is en him mank grutte moaie iensume rôfdieren thúsfielle en bewege kin. ... Ik kin my in muzyk yntinke mei in seldsume tsjoen, dy't gjin witten mear hat fan goed en kwea, allinnich dat der mis-

kien hjir en dêr in beskate skippersheimwee, in beskaat gouden skaad en teare swakte mei mank rint: in keunst dy't sjocht dat de kleuren fan in ûndergeande, fan in hast ûnbegryplik wurden *moralistyske* wrâld fan wide kimen nei him flechtsjen sjocht, en dy't gastfrij en djippernôch is en bêdzje sokke lette flechtlingen. —

[256]

Troch de syklike ferfrjemding dy't de nasjonaliteitswaansin tusken de folken fan Europa brocht hat en noch bringt, likegoed as troch de politisy mei in koart sicht en in losse hân dy't hjoed dêrtroch de macht ha mar dy't der hielendal gjin aan fan ha hoe lyk as de útinoar jeiende polityk dy't se bedriuwe, noait mear as de polityk fan in tuskenspultsje wêze kin, — troch dat alles, en mear dat tsjintwurdich alhiel net út te spreken is, wurde de alderdúdlikste sinjalen oer de holle sjoen of willekeurich of mei opsetsin ferdraaid, synjalen dy't útwizing dogge dat *Europa ien wurde wol*. By alle djippere en breder ûnderleine minsken fan dizze ieu wie it de eigentlike rjochting yn 'e heimige arbeid fan har siel en sljochtsje it paad nei dy nije *synteze* en rin al probearjendewei op 'e Europeanen fan 'e takomst foarút: allinnich mei har foargrûnen, of op swakkere stuiten, bygelyks as se âld wiene, hearden se by de 'heitelanners', — hja bekamen allinne efkes fan harsels as se 'patriotten' waarden. Ik tink oan minsken lykas Napoleon, Goethe, Beethoven, Stendhal, Heinrich Heine, Schopenhauer: nim it my net kwea ôf as ik ek Richard Wagner derby rekkenje, en kom net yn 'e ferlieding en lit jin troch dy syn mistaasten oangeande himsels op 'e doele bringe, — sjenyen fan syn soarte ha komselden it rjocht en begryp harsels. En noch minder troch it heidensk kabaal dêr't Frankryk him tsjintwurdich

mei ôfslút en te skoar set tsjin Wagner: – it feit bliuwt likegoed bestean dat de *Frânske let-Romantyk* fan 'e jierren fjirtich en Richard Wagner aldertigenst meiïoar partuere. Dy binne yn alle hichten en djipten fan har ferlet besibbe, nau besibbe: Europa is it, ien Europa, dy syn siel troch har komplekse en oerdwealske keunst nei bûten, boppe komt... en longerjend stribbet – om wêr hinne? Nei in nij ljocht? Nei in nije sinne? Mar wa soe sizze kinne wat al dy masters fan nije sizzingskrêft net klear wisten te sizzen? Wis is dat deselde Sturm und Drang har tamtearre hat, dat se op deselde wize *sochten*, dy lêste grutte sikers! Allegear fan top ta teil yn 'e besnijing fan 'e literatuer – de earste keunstners grutbrocht op wrâldliteratuer – faak sels ek skriuwers, dichters, ferbiningspersoanen en mingfetten fan keunsten en sinnen (Wagner heart as musikus by de skilders, as dichter by de musisy, as keunstner útsoarte by de toanielspilers); allegear fanaten fan 'e *ekspresje* 'tsjin elke priis' – ik helje Delacroix nei foaren, Wagner it naust besibbe – allegear grutte ûntdekkers fan it ryk fan it ferhevene, likegoed as fan it ryk fan it ûnsjogge en it grouwélige, noch gruttere ûntdekkers fan it effektbejach, fan it etalearjen, fan 'e keunst fan it etalearjen, allegear mei mear talint as sjeny, firtuoazen yn murch en bonken, mei ysbaarlike yngongen nei alles wat ferliedt, lokket, twingt, ûntset, ferklearre fijannen fan 'e logika en rjochte linen, longerjend op it frjemde, it útwrydske, it kolossale, it kromme, it tsjinstridige; as minske Tantalussen fan 'e wil, omheech fallen plebeeërs dy't wisten dat se yn libjen en skeppen net ta in foarnaam tempo, in 'lento' by steat wiene, – tink bygelyks mar oan Balzac – kranksinnige wurkers dy't harsels troch it wurk benei fergrieme; tsjintribbich en rebelsk foar wet en wenst oer, slij nei eare en nea sêd, sûnder lykwicht en wille; allegear op it kristlik krús stikken rinnend

en te'n ûnder geand (en dat mei rjocht en reden: want wa fan har wie djip en oarspronklik genôch foar in filosofy fan 'e *antykrist?*) – al mei al drystmoedige trochjagers, prachtige bruten, in heechfleanende, nei boppen jeiende soarte fan minsken dy't har ieu – it is de ieu fan 'e *massa!* – earst noch it begryp 'hegere minske' leare moatten hat... Lit de Dútse freonen fan Richard Wagner har mar ris beriede op 'e fraach oft Wagner syn keunst in wier Dútse eigenheid fertoant of dat it no krekt de fertsjinste hat dat it út *boppe-Dútse* boarnen en driuwfearren weikomt: dêrby moat net ûnderskat wurde hoe lyk as foar de foarming fan syn type Parys no krekt net mist wurde koe, dêr't de djippe fan syn ynstinkten him op it beslissende momint langst joech om hinne, en hoe lyk as syn hiele optreden, syn apostelskip fan himsels him pas troch it foarbyld fan 'e Frânske sosjalisten foltôgje koe. Miskien sil men, by in yngeandere ferliking, ta eare fan it Dútse aard fan Richard Wagner ûntdekke dat er it yn alles sterker, dryer, hurder, heger dien hat as in Frânsman fan 'e njoggentjinde ieu dwaan kinnen hie, – troch de omstannichheid dat wy Dútsers noch tichter by de barbarij steane as de Frânsen – ; miskien is sels it opmerklikste dat Richard Wagner makke hat foar it hiele sa lette Latynske ras foar ivich en net allinnich foar no ûntagonklik, net nei te fiellen, net nei te folgjen: de figuer fan Siegfried, dy *tige frije* minske dy't yndie fiersten te frij, te hurd, te goed fan sin, te sûn, te *antykatoalyk* foar de smaak fan âlde en weake kultuerfolken is. Hy mei sels in sûnde tsjin 'e romantyk west ha, dy antyromantyske Siegfried: wolno, Wagner hat dy sûnde mear as útsoend, yn syn âlde tryste dagen doe't er – foarútrinnend op in smaak dy't ûnderwylst polityk wurden is – mei de him eigen religieuze ferheftigens *it paad nei Rome*, al sloech er it net yn, op syn minst begûn te

preekjen. – Om, mei dy lêste wurden, net ferkeard begrepen te wurden, wol ik der in pear sterke fersen by helje dy't ek de wat mindere earen ferdútse sille wat ik wol – wat ik tsjin 'e 'lêste Wagner' en syn Parsifalmuzyk wol:

- Is dat noch Dúts? –

Dat brodske âljen kaam út Dútse kielen?

Dy haat foar it eigen fleis út Dútse sielen?

Is it Dúts om prysterlik mei de hannen te fimeljen,

Dy wijreekgeurkes om te sinnen te bepimeljen?

Is Dúts dat bokkerjen, stokkerjen, tommeljen,

Dat ûnwisse bimbambommeljen?

Dat nonnegljurkjen, dat ave-klokke-barren

Dat falske drogearre himelbesjerpsmarren?

- Is dat noch Dúts? –

Tink ta! Jim binne noch net achter de tsjerkedoar ferwurden: –

Wat jim hearre is *Rome*, – *it leauwe fan Rome sûnder wurden!*

Njoggende haadstik

WAT IS FOARNAAM?

[257]

Alle ferbettering fan 'e 'minske' as soarte wie oan no ta it wurk fan in aristokratyske maatskippij – en sa sil it hieltyd wer wêze: as in maatskippij dy't leaut oan in lange ljedder fan rangoarder en weardeûngelikens tusken minske en minske, en dat it slave-dom yn ien of oare foarm nedich is. Sûnder it *patos fan distânsje*, lykas waakst út it opklearre ûnderskie tusken stannen, út it kontinue útsjen en delsjen fan 'e hearskjende kaste op ûnderdienen en wurkark en út har likegoed kontinuë oefening yn it om sizzen jaan en it beslissen, it ûnder hâlden en it op ôfstân hâlden, sûnder dat soe ek dat oare heimsinniger *patos* hielendal net waakse kinne, dy langst nei hieltyd nijere fergrutting fan *distânsje* yn 'e siel sels, it staljaan fan tastannen hieltyd heger, seldsumer, fierder, spannender, omfangriker, dat is koartsein no krekt de ferbettering fan 'e 'minske' as soarte, it trochgean mei de 'sels-oerwinning fan 'e minske', om in moralistyske formule yn in boppe-moralistyske betsjutting te brûken. Lykwols: men hoecht jin oer de skiednis fan it ûntstean fan in aristokratyske maatskippij (dus, oer it ûntstean fan alle ferbettering fan 'e minskesoarte) gjin humanitêre yllúzjes te meitsjen: de wierheid is hurd. Lit ús sûnder ferhimmeljen sizze, hoe't oan no ta

alle hegere kultuer op ierde *út ein set* is! Minsken mei in noch natuerlike natoer, barbaren yn alle benearjende betsjuttingen fan it wurd, rôfminsken noch yn it besit fan in ûnbrutsene wilskrêft en machtsbegearte, smieten har op swakkere, manierliker, freedsumer, faaks fan hannel of fee libjende rassen, of op âlde, mêde kultueren, dy't har lêste libbenskrêft yn sparkeljende fjoerwurken fan yntellekt en bedjer dertroch jeie. De foarname kaste wie yn it begjin altyd de barbare-kaste: har oerwicht lei net foarearst yn fysike krêft mar yn geastlike krêft, – hja wiene de *komplettere* minsken (wat yn alle stadia fan ûntjouwing ek safolle betsjut as ‘de komplettere bisten’ –).

[258]

Korrupsje, as de útdrukking fan dat der yn 'e ynstinkten anargy wankt en dat it fûnemint fan 'e affekten dat 'libben' hjit, ferwâde is: korrupsje is oars, neigeraden oft de libbensfoarm dêr't se har yn oppenearret oars is. As bygelyks in aristokrasjy, lykas dy fan Frankryk oan it begjin fan 'e revolúsje, mei in sublime wearze har privileezjes weismyt en harsels yn in bekrûping fan moralistysk fiellen opofferet, dan is dat korrupsje: – it wie eigentlik net mear as it lêste bedriuw fan in ieuwenlange korrupsje, hja joech stap foar stap har hearefoech op en hat harsels as in *funksje* fan it keningskip (op it lêst sels as har toai en pronkstik) yn 'e bedelte brocht. It basisskaaimerke fan in goede en sûne aristokrasjy is lykwols dat se har *net* in funksje (noch fan it keningskip, noch fan 'e maatskippij) fielt mar as de *sin* en heechste rjochtfeardiging dêrfan, – dat se dêrom mei in goed gewisse it offer fan in ûnbidich tal minsken akseptearret, dy't *omwille fan har* deldrukt wurde moatte en degradearre ta ûnfolsleine minsken, ta slaven, ta wurkark. Har basisleauwe moat no krekt wêze dat de maat-

skippij der *net* omwille fan 'e maatskippij wêze mei mar allinne as ûnderbou en byntwurk, dêr't in útsochte soarte fan wêzens him op ferheffe kin nei har hegere opjefte en nei in hegere foarm fan *bestean*: te ferlykjen mei de sinneslije klimplanten op Java – se wurde Sipo Matador neamd –, dy't mei har earms in iik sa lang en sa faak omklamje oant se lang om let, heech boppe him, mar mei him as ûnderstipe, yn it frije ljocht har kroan iepen teare en har libbenslok sjen litte kinne. –

[259]

Fan beide kanten gjin wûnen slaan, jin fan geweld, fan útbûting ûnthâlde, jins wil oan dy fan oaren lykstelle: dat kin yn in beskate betsjutting min ofte mear goed fatsoen tusken de minsken wurde, as de betingsten der foar ûntstien binne (nammentlik har feitlike lyksoartigens yn krêft en wearde en it byinoar hearren yn ien gehiel). Naam men lykwols dat prinsipe noch serieuzer en meitsje dêrfan it *basisprinsipe fan 'e maatskippij*, dan soe it daalks bewize wat it is: de wil om it libben te *ûntkennen*, in prinsipe fan ûntbining en fersal. Hjir moat men oant op 'e boaiem trochtinke en alle al te meifiellende swakkens keare: libje, dat *komt del op* taëigenjen, wûnen slaan, oerweldiging fan it frjemde en swakkere, ûnderdrukking, hurdens, it oplizzen fan 'e eigen foarmen, ynliving en op syn minst, en myldst, útrûpeling, – mar wêrom soe men hieltyd wurden brûke dy't fan âlds in falske lading meikrigen ha? In gehiel allyksa dêr't de lidmaten inoar, lykas oannommen, as gelikensen behannelje – it bart yn alle sûne aristokrasyen –, moat sels, as it in libbene en net in ôfstjerrende struktuer is, fan alles tsjin oare struktueren dwaan dat de lidmaten net tsjininoar dwaan meie: sa'n struktuer sil de fleiswurden wil ta macht wêze, dy sil waakse, om him hinne

gripe, oanlûke, oerwicht krije wolle, – net fanwegen ien of oare moraliteit of ymmoraliteit mar om't er *libbet*, en om't libjen no ienris wil ta macht *is*. Mar op gjin inkeld punt is it bewustwêzen fan 'e Europeanen dôfhûdiger as op dit; se wurde oeral glei, sels mei wittenskiplike stipe, by it tinken oan 'e takomstige tastannen fan 'e maatskippij dy't har 'útrûpelersaad' kwytreitsje sil: – dat beart my yn 'e earen as soe in libben útfûn wurde sûnder organyske funksjes. 'Utrûpeling' heart net by in ûnfolsleine en primitive maatskippij: útrûpeling is in essinsjeel ûnderdiel fan al dat libbet, as in organyske basisfunksje, en is in gefolch fan 'e eigentlike wil ta macht, dy't de libbenswil sels is. – Dit mei as teory fernijend wêze, as praktyk is it it *oerfeit* fan alle skiednis: wês dochs yn safier earlik tsjin jinsels! –

[260]

Op 'e swalk troch de mannichte finere en groffere moralen dy't oan no ta op ierde it bewâld fierd ha of noch fiere, fûn ik dat beskate trekken gauris werom kamen en meiïoar ferbûn wiene: oant se my lang om let twa basistypen ferretten, en djippe grûnen foar in basaal ûnderskie. Der is *bearemoraal en slave-moraal*; – ik sis der fuort by dat yn alle hegere en mear mingde kultueren ek it writen om beide moralen te fermoedsoenjen te obstrewearjen is, en faker noch in mjuks fan beide trochinoar en in oer en wer misferstean, ja bytiden steane se deun njonken inoar – sels yn deselde minske, binnen ien siele. De morele wearde-oardielen binne ûntstien of by de hearskjende soarte dy't him mei wolbehagen fan it ûnderskie mei de behearske soarte bewust waard, – of by dy't behearske wurde, de slaven en ôfhinkliken fan alderhanne slach. Yn it earste gefal, as it de hearskers binne dy't it begryp 'goed' beskiede, binne it de fer-

hevene, grutske tastannen fan 'e siele dy't field wurde as treflik en beskiedend foar de rangoarder. De foarname minske fredet de wêzens fan him ôf dêr't it tsjinoerstelde fan sokke ferhevene grutske tastannen syn útdrukking fynt: hy ferachtet se Men fernimt fuort dat yn dy earste soarte fan moraal de tsjinstelling 'goed' en 'net-goed' safolle betsjut as 'foarnaam' en 'ferachtlik': – de tsjinstelling 'goed' en '*kwea*' is fan in oar komôf. Ferachte wurdt de leffe, de bange, de lytse, dy't oan 'e nearzige nuttichheid tinkt; likegoed as de mistrouwige mei syn ûnfrije blik, de himsels fernederjende, it hûnesoarte fan minske dat him mishannelje lit, de biddeljende flaaikert, en fral wa't liicht: – it is it basisleauwe fan alle aristokraten dat de gewoane minske liicht. 'Wy mannen fan wierheid' – sa tsjuten de mannen fan adel harsels yn it âlde Grikelân oan. It leit foar de hân dat de morele wearde-oantsjuttingen oeral earst op *minsken* belutsen waarden en yndirekt en letter pas op *bannelingen*: en dêrom is it in slimme mistaast as moraalhistoarisy as útgongspunt fragen nimme lykas 'Wêrom waard de hanneling út meilijen priižge?' De foarname soarte fan minske fielt *himsels* as weardebepalend, hy hat it net noadich en sykje goedkarring, hy oardielet 'wat foar my skealik is, is per definysje skealik', hy ken himsels as dat wat útsoarte pas de dingen eare jout, hy is *weardeskeppend*. Alles wat er fan him wit, earet er: sa'n moraal is selsferhearliking. Op 'e foargrûn stiet it fiellen fan follens, fan macht dy't oerstreamte wol, it lok fan 'e hege spanning, it bewitten fan in rykdom dy't skinke en fuortjaan wol: – in foarname minske helpt ûnlokkich folk ek, mar net of hast net út meilijen, mar mear út in driuw dy't it produkt is fan 'e oerfloed oan macht. De foarname minske earet yn himsels de machtige, ek dy, dy't macht oer himsels hat, dy't wit te praten en te swijen, dy't mei nocht strangens en

hurdens tsjin himsels betrachtet en earbied foar alle strangens en hurdens hat. ‘In hurd hert lei Wodan my yn ’e boarst’ seit in âlde Skandinavyske sage: sa is it dichterssizzzen mei rjocht út ’e siel fan in grutskte Wytsting optekene. Sa’n soarte fan minske is der krekt grutsk op *net* foar it meilijen makke te wêzen: en dêrom heakket de held fan ’e sage de warskôging ta: ‘Wa’t jong al gjin hurd hert hat, dy wurdt it hert nea hurd’. Foarnamen en dapperen dy’t sa tinke, steane it fierst fan in moraal ôf dy’t krekt yn it meilijen of yn it dingen dwaan foar oaren of yn it ûnegoïstyske it skaaimerke fan it morele sjocht; it leauwe yn jinsels, de grutskens op jinsels, djippe fijânskip en irony foar alle ‘ûnselssuchtigen’ hearre likegoed by de foarname moraal as in lichte ferachting en foarsichtigens foar it meilijen en it ‘waarme hert’ oer. – De machtigen binne it, dy’t it *fersteane* te earjen, it is har keunst, har ryk fan ûntdekking. De djippe earbied foar de âlderdom en foar it komôf – it hiele rjocht hinget op dy dûbele earbied – , it leauwe en it foarordiel te’n geunste fan it foarteam en wangeunstich foar it kommende team is karakteristyk foar de moraal fan ’e machtigen; en as oarsom de minsken fan ’e ‘moderne ideeën’ benei ynstinktyf yn ’e ‘foarútgong’ en ‘de takomst’ leauwe en hieltyd minder achting foar de âlderdom ha, dan ferriedt him dêrmei dúdlikernôch it ûnfoarnaam komôf fan dy ‘ideeën’. Lykwols it meast is in hearskersmoraal foar de hjoeddeistige smaak frjemd en pynlik as it om ’e strangens fan syn grûnbegjinsel giet dat men allinne foar jins gelikensen oer plichten hat; dat men mei wêzens fan in legere rang, mei al it frjemde nei eigen wolbefinen of ‘lykas it hert it wol’ hannelje mei en yn alle gefallen ‘oarekant goed en kwea’ – : dêr mei it begrutsjen en sa mear ek by hearre. It fermogen en de plicht en wês lang tankber en lang wraaksuchtich – beide allinne binnen

it laach fan jins gelikensens – , de finesse yn 'e werwraak, it subtile begryp yn 'e freonskip, it needsaaklik hawwen fan fijannen (eins as ôffierkanalen foar de emoasjes oergeunst, striidnocht, oermoed, – úteinliks om goed *freon* wêze te kinnen): dat binne allegear karakteristike skaaimerken fan 'e foarname moraal dy't, lykas sein, net de moraal fan 'e 'moderne ideeën' is en dêrom hjoeddedei net maklik nei te fiellen, net maklik op te dollen en bleat te lizzen is. – Oars leit it lân der hinne mei it twadde type moraal, de *slavemoraal*. Oannommen dat it oerweldige, ûnderdrukte, lijerige, ûnfrije, fan harsels ûnwisse en wurge folk moralisearret: wat sil it mienskiplik skaaimerke fan har morele waardeskattingen wêze? Nei alle gedachten sil in pessimistyske erchtinkendheid tsjin 'e hiele wrâld fan 'e minske útdrukking krije, faaks in feroardieling fan 'e minske en fan syn wrâld. It each fan 'e slaaf is ôfgeunstich foar de deugden fan 'e machtigen oer: hy besit skepsis en mistrouwen, hy besit raffinemint yn it mistrouwen tsjin al it 'goede' dat dêr eare wurdt – , hy soe himsels oanprate wolle dat it lok sels dêr net echt is. Oarsom wurde eigenskippen nei foaren helle en yn it sintsje set dy't as doel ha en meitsje it bestean fan lju dy't lije lichter: dêr wurde it meilijen, de tsjinstbere, helpreeë hân, it sosjale fiellen, it geduld, de flyt, de dimmenens, de freonlikens eare – , want dat binne dêr de nuttichste eigenskippen en hast de iennichste middels om de druk fan it bestean te fernearen. De slavemoraal is yn wêzen in nuttichheidsmoraal. Dêr leit de basis foar it ûntstean fan dy romrofte tsjinstelling 'goed' en '*kwea*': – it *kwea* wurdt macht en gefaar yn field, eat dat freze oanjaget, dat raffinearre en sterk is, dat gjin ferachting ûntstean lit. Dat neffens de slavemoraal wekket de '*kweade*' freze op; neffens de hearemoraal is it krekt de 'goede' dy't freze opwekket en opwekje wol, wylst

de 'net goede' minske as ferachtlik field wurdt. De tsjinstelling wurdt op 'e spits dreau as, oerienkomstich de konklúzje fan 'e slavemoraal, by einsluten om 'e 'goeden' ek in bewyske fan ferachting hinget – it mei licht en goedwillich wêze – , om't de goede minske binnen de slavetinkwize yn alle gefallen de *ûngefaarljike* minske wêze moat: hy is guodlik, maklik te ferrifeljen, in bytsje dom faaks, sa goed as bôle. Oeral dêr't de slavemoraal de oerhân kriget, hat de taal de oanstriid en sko de begripen 'goed' en 'dom' oerinoar hinne. – By einsluten noch in basaal ûnderskie: de langst nei *frijheid*, it ynstinkt foar it lok en foar de finessen fan it frijheidsfiellen heart likegoed needsaaklik by de slavemoraal- en moraliteit as dat de keunst en dweperij yn 'e earbied, yn 'e tawijing it fêste symptoom fan in aristokratyske tinken wurdearringswize is. – Op grûn dêrfan kin fuort en daalks begrepen wurde wêrom't leafde *as passy* – it is ús Europeeske spesjaliteit – wol fan foarnaam komôf wêze moat: lykas bekend komt de útfining dêrfan út 'e Provençaalske ridderkultuer, dy prachtige ynvintive minsken fan it 'gai saber' (it fleurige witten), dêr't Europa sa'n protte en hast harsels oan te tankjen hat. –

[261]

By de dingen dy't foar in foarnaam minske it minst te begripen binne, heart de idelens: hy sil oanstriid ha en ûntken it bestean dêrfan wylst in oar soarte fan minske tinkt dat er dy mei beide hannen beetkrije kin. It probleem foar de earste is, en helje him wêzens foar de geast dy't besykje en wekje by oaren in goede miening oer harsels op dy't se fan harsels net ha – ek dus ek net 'fertsjinje' – , en dy't dochs yn twadde ynstânsje yn dy goede miening sels *leauwe*. Dat liket him oan 'e iene kant sa smaakleas en ûnearbiedich foar jinsels ta, oan 'e oare kant sa

barok-ûnferstannich, dat er de idelens graach as in útsûndering sjen soe en dat er it bestean derfan yn 'e measte gefallen dat der praat fan is, yn twifel lûkt. Hy sil bygelyks sizze: 'Ik kin my yn myn eigen wearde fersinne en oan 'e oare kant doch ha wolle dat myn wearde krekt lykas ik him sjoch troch oaren erkend wurdt, – mar dat is gjin idelens (mar dat is waanwizens of, wat faker foarkomt, dat wat 'dimmenens' of 'beskiedenens' neamd wurdt).' Of ek: 'Ik kin in protte redenen ha om bliid te wêzen mei de goede miening fan in oar, faaks om't ik har earje en leaf ha en bliid bin as sy bliid binne, faaks ek om't har goede miening it leauwen yn myn eigen goede miening ûnderstreket en bekrêftiget, faaks om't de goede miening fan oaren, sels as ik it dêr net mei lykfine kin, my lykwols al fan nut is of wêze kin, – mar dat is allegearre gjin idelens.' De foarname minske moat it him earst mei twang, nammentlik mei help fan 'e skiednis, yntinke dat, sûnt minskewitten, de gewoane minske yn alle op ien of oare wize ôfhinklike lagen fan it folk allinne *wie*, wat men *tocht* dat er wie: – it wie him hielendal net hiem en set sels wearden oan, dat hy meat him ek gjin oare wearden oan as dy't syn hearen him oanmeaten (it is it eigentlike *bearerjocht* en set wearden oan). Men kin it as in gefolch fan in ûnbidich atavisme opfetsje dat de gewoane minske ek hjoed noch earst op in miening oer himsels *wachtet* en him dêr dan ynstinktyf oan ûnderwerpt: mar hielendal net allinne oan in 'goede' miening, ek oan ien dy't net goed en net binlik is (tink mar ris oan it grutste part fan 'e selsynskattingen en selsûnderskattingen dy't leauwige froulju fan har bychtheiten oernimme, en de leauwige kristen útsoarte fan syn tsjerke oernimt). Yndie wurdt no, mei it stadich opkommen fan 'e demokratyske oardering fan 'e dingen (en de oarsaak dêrfan, it yninoar omtrouwen fan hearen

en slaven), de oarspronklik foarname en seldsume oanstriid om jinsels fan jinsels út in wearde ta te skriuwen, hieltyd mear oanfitere en útwreide: mar dy hat altiten in âldere, bredere en djipper bewoartele oanstriid tsjin, – en yn it fenomeen fan 'e 'idelens' is dy âldere oanstriid de jongere de baas. In idel minske is bliid mei *alle* goede mieningen dy't er oer himsels heart (hielendal ôfsjoen fan alle gesichtspunten oangeande de nuttichheid derfan, en allyksa ôfsjoen fan wier of ûnwier), likegoed as alle negative mieningen him sear dogge: want hy ûnderwerpt him oan beide, hy *fielt* him oan beide ûnderwurpen, út dat âldste ynstinkt wei ta ûnderwerping dat yn him útbrekt. – It is 'de slaaf' yn it bloed fan 'e idele, in oerbliuwsel fan 'e slûchslimmens fan 'e slaaf – hoefolle 'slaaf' is der bygelyks noch yn 'e frou! – dy't it besiket en *ferlied* oaren ta goede mieningen oer himsels; it is likegoed de slaaf dy't foar dy mieningen nei de tiid sels daalks knibbelet, as hie er se sels net foar it ljocht roppen. – En nochrisom: idelens is in atavisme.

[262]

In *soarte* ûntstiet, in type komt fêst en sterk te stean yn 'e lange striid mei úteinliks deselde *ûngeunstige* omstannichheden. Oarsom wit men út 'e ûnderfiningen fan kwekers dat soarten dy't mear as genôch iten en überhaupt mear beskerming en omtinken krije, al gau alderheislikste soartfariaasje sjen litte en mirakels en meunsters (ek meunsterlike ûndeugden) by de rûs. Nim no ris in aristokratyske mienskip, bygelyks in âlde Grykske stêdssteat of Venetië, as in, frijwillige of ûnfrijwillige, organisaasje mei it doel en wês in *kweekfrûe*: dêr binne minsken byinoar en opinoar oanwiisd, dy't har soarte oerwinne litte wolle, almeast om't se dat *moatte* of alderheislikst faai steane útroege te wurden. Dêr

misse dy geunstige omstannichheden, dat folop, dy beskerming dy't fariaasje begeunstigje; de soarte is himsels as soarte nedich, as eat dat him krekt troch syn hurdens, lykfoarmigens, ienfâld fan foarm útsoarte trochsette en duorsum meitsje kin, yn in geduerige striid mei de buorstêden of mei de opstannige of driigjende ûnderdrukten. De meast ûngelikense ûnderfining leart har hokker eigenskippen se it fral oan te tankjen ha dat se, tsjin alle goaden en minsken yn, der noch binne, dat se it noch hieltyd wer oprêden ha: dy eigenskippen neamme se deugden, dy deugden allinne kweke se oan. Dat dogge se mei hurdens, ja, se wolle de hurdens; alle aristokratyske moraal is ûnferdraachsum, yn it grutbringen fan 'e jongerein, yn it beskikken oer froulju, yn 'e houlikswensten, yn 'e ferhâldingen tusken âld en jong, yn 'e strafwetten (dy't allinne dy't út 'e pas rint foar eagen ha): – hja rekkenje de ûnferdraachsumens sels by de deugden, en jouwe dy de namme fan 'gerjochtichheid'. In type mei in pear, mar hiel sterke trekken, it soarte fan minsken dat strang striidsum ferstannich-swijsum, sletten en besletten is (en sokken ha de fynste fielhoarnen foar de tsjoen en nuânses fan maatskiplike ferhâldingen) wurdt op dy wize boppe de wiksel fan generaasjes úttild; de geduerige striid mei hieltyd deselde *ûngeunstige* omstannichheden is, lykas sein, de oarsaak dat in type fêst en hurd wurdt. Lang om let komt lykwols in tiid fan lokkiger omstannichheden, de kolossale spanning wurdt minder; der binne miskien gjin fijannen mear ûnder de buorfolken, en de middels om te libjen, om lúks te libjen sels, binne yn it folop. Op slach skuort de bân en twang fan 'e âlde dissipline út: dy wurdt net mear as needsaak field, as bestearsbetingst, – moat dy noch langer bestean dan kin dat allinnich mar as in foarm fan *lúkse*, as argaïsearjende *smaak*. De fariaasje, itsij as ôfwiking (heger, subtiler, seldsumer), itsij as

degeneraasje en meunster, stiet hommels yn alle priel en pracht op it toaniel, it yndividu doart yndividu te wêzen en him ôf te tekenjen. Op sokke kearpunten yn 'e skiednis is nêstinoar te sjen en faak yninoar betize en bestrikke in hearlik, ûnylksoartich, oerwâldeftich opwaaksen en omheech stribjen, in soarte fan *tropysk* tempo yn 'e kamp om waaksdome mei in kolossaal telider gean en selsfergriemen, troch de rimpen tsjininoar kearde, tagelyk útinoar ploffende egoïsmen dy't 'om sinne en ljocht' meiïoar stride en gjin grinzen, gjin leie, gjin ynskiklikens mear út 'e moraal fan har tiid helje kinne. Dy moraal sels wie it dy't de krêften yn it kolossale opgarre, dy't de bôge sa ôfgrysliek opspand hat: – no is, no wurdt dy moraal 'oerlibbe'. It faaie en ysbaarlike punt is berikt dat it gruttere, kompleksere, wider fiejende libben oer de âlde moraal *hinne libbet*; it 'yndividu' stiet op 'e planken, hy moat syn eigen wetten meitsje, syn eigen keunststikken en listen betinke om himsels steande te hâlden, en te ferheegjen, te befrijen. Inkel nije wêroms, inkel nije wêrmeiën, gjin mien-skiplike formules mear, misbegryp en minachting meiïoar yn it helter, it fêrfal, ferdjer en de heechste begearten heislik meiïoar ferknotte, it sjeny fan ras en kultuer strûzet út alle hoarnen fan oerfloed, goed of tsjoed, in needlottich tagelyk fan maitiid en hjerstmis, fol nije oantrún en walen dy't it jonge, noch net ferbrûkte, noch net wurge ferdjer eigen binne. It gefaar is der ek wer, de mem fan 'e moraal, it grutte gefaar, diskear oppenearret it him yn it yndividu, yn freonen en sibben, op 'e dyk, yn it eigen bern, yn it eigen hert, yn alle eigenste en geheimste fan winsk en wil: wat sille de moraalfilosofen te preekjen ha, dy't op dat stuit opkomme? Hja sjogge, as skerpe waarnimmers en hoekjeplakkers, dat de ein hurd neieroan komt, dat alles om har hinne bedjert en ferdjert, dat neat oaremoarn noch oerein stiet, útsein

ien soarte fan minske, de ûnferbetterlike *midsmjittigen*. Allinne midsmjittigen ha de kâns en lit har soarte winne en soargje foar neiteam, – hja binne de minsken fan 'e takomst, de iennichsten dy't oerlibje; 'Wês as har, wês midsmjittich!' is no de iennichste moraal dy't noch sin hat, dy't noch earen fynt. – Mar it is net maklik en preekje him, dy midsmjittichheidsmoraal! – hy mei ommers nea tajaan wat er is en wat er wol! Hy moat fan mjitte en wearde en plicht en sosjalens prate, – it sil him needsaak wêze en *ferbimmelje de irony!* –

[263]

Der is in *ynstinkt foar rang*, dat mear as al it oare al in teken fan in *bege* rang is; der is in *nocht* oan 'e skakearringen fan 'e earbied dy't op foarname ôfkomst en gewoanten wiist. De subtiliteit, de kwaliteit en hichte fan in siele wurde gefaarlik hifke, as him wat foarby giet dat earsterangs is, mar dat noch net troch it beevjen foar autoriteit foar oanstjitske oanslaggen en opkriingerichheden behoede wurdt: eat dat, net ôftekene, net ûntdutsen, besykjend, faaks yn willekeurige beskûlplakken en klean, as in libbene stien fan hifkinge syn wegen giet. By dy syn opjefte en oefening heart it en sykje it riedsel fan sielen út, dy sil op ûngelikense wize hieltyd wer itselde keunststik úthelje om de lêste wearde fan in siel, de ûnferwriksume oanberne rang dy't him takomt, fêst te stellen: hy sil him op syn *ynstinkt foar earbied* fergje. 'Différence engendre haine' (ferskil wekket haat op): de ordinêrens fan mear as ien natuer spuitet hommels as smoarch wetter op, as ien of oar hillich fet, in kostberheid út slettene skrinen, in boek mei de tekens fan it grutte lot foarby droegen wurdt; en oan 'e oare kant wurdt it sûnder erch stil, wifket it each, bestillet alle beweging dêr't mei útsprutsen wurdt dat in

siele de oanwêzichheid *fielt* fan eat dat de heechste ferearing fertsjinnet. Sa't oan no ta it respekt foar de *bibel* yn stân holden waard, dat is miskien de bêste tucht en oefening fan 'e sede dy't Europa oan it kristendom te tankjen hat: sokke boeken fan djipte en lêste betsjutting binne foar har beskerming in fan bûten ôfkomstige tirannike autoriteit brek, om dy milennia fan *duorsumens* te winnen dy't nedich binne om se leech te melken en leech te rieden. In protte is berikt as de grutte kliber (plat folk mei rêde terms fan allerhanne slach) lang om let it fiellen oankweekt is dat se net oeral oankomme meie; dat der hillige foarfallen binne dêr't se de skuon foar útlûke moatte en hâld de ûnkeine hannen der fier by wei, – it is benei har heechste foarm fan minsklikheid. Oarsom is by harren dy't trochgeane foar 'goed' oplat, folk dat leaut yn 'e 'moderne ideeën', neat sa wearzich as har brek oan skamte, har goedkeape brutalens fan each en hân, dat se alles mar befingerje, beslikje, betaaste; en it koe bêst wêze dat hjoed ûnder it folk, ûnder it legere folk, nammentlik by boeren, hieltyd noch mear *relative* foarnamens fan smaak en takt yn 'e earbied te finen is, as yn 'e krantsjende sabeare wrâld fan 'e geast, by de minsken mei in oplieding.

[264]

Ut 'e siele fan in minske is net út te flakken wat syn foarfaars it leafst en it meast dienen: oft se bygelyks kloeke sparders wienen en ferlingstik fan skriuwtafel en jildkiste, beskieden en boargerlik yn har begarten, beskieden ek yn har deugden; of dat se oan it lieding jaan bewend wienen, rûge geneuchten tagedien njonken faaks noch rûgere plichten en ferantwurdlikheden dêrneist; of dat se lang om let âlde foarrjochten fan berte en besit ienris opjoegen om alhiel neffens har leauwe – har 'God' – te libjen, as minsken

fan in ûnferbidlik en kein gewisse, dat him foar alle geskipper skammet. It kin hielendal net, dat in minske *net* de eigenskippen en nychheden fan syn âlden en foarâlden ûnder de lea hat: wat de skyn der ek tsjin yn lizze mei. Dat is it probleem fan it ras. Stel, men wit it ien en oar fan 'e âlden, dan is in konklúzje oer it bern ferantwurde: ien of oar wearzich brek oan selsbehearsking, in glûpske oergeunst, in lompe wiispraterij – hoe't dy trije meiïoar yn alle tiden it type fan 'e wiere plebeeër definearje – dat giet mei deselde wissichheid op it bern oer as min bloed; en mei help fan 'e bêste ûnderwizing en foarming sil men allinnich mar *bedraai-erij* oangeande dat erfskip oproppe. – En wat wolle ûnderwiis en foarming hjoeddedei oars! Yn ús tige sosjaal, dat wol sizze plebeysk tiidrek moatte 'ûnderwiis' en 'foarming' yn wêzen de keunst om te bedraaien wêze, – om oangeande de ôfkomst, de oerurven plebeeër yn lea en siel selsbedraai-erij op te roppen. In ûnderwizer dy't hoed de dei foar alles wierheidsleafde preekje soe en syn tuchthûslearlingen hieltyd tarôp: 'Wês oprjocht, wês natuerlik, hâld en draach jim sa't jim binne!' – sels sa'n deugdsu-me en trouhertige ezel soe it nei in hoartsje leare en gryp nei dy 'furca' (heafoarke) fan Horatius om 'naturam expellere' (om de natuer út te bannen): mei hok gefolch? 'Plebs' 'usque recurret' (hieltyd komt it werom). –

[265]

Op it gefaar ôf en misledigje ûnskuldige earen, stel ik: it egoïs-me is in essinsjeel ûnderdiel fan 'e foarname siele, dêrby doel ik op it ûnfersetlike leauwe dat oan in wêzen, sa't 'wy binne', oars-soartigen fan natuere hearrich wêze moatte en offerje har foar him op. De foarname siel akseptearret it feit fan syn egoïsme sûnder fraachtekens, ek sûnder dat er dêrby hurdens, twang of

willekeur fielt, earder as in oerwet dy't yn it aard fan 'e dingen besletten leit: – socht er dêr in namme foar, dan soe er sizze 'dat is de gerjochtichheid sels'. Hy jout ta, yn omstannichheden dy't him earst twifelich meitsje, dat der minsken binne mei deselde rjochten as hy; sagau't er mei dy fraach oer de rangoarder klear is, beweecht er him tusken dy gelikensen en lykberjochtigen mei deselde wissichheid yn skamte en teare earbied dy't er yn 'e omgong mei himsels hat, – neffens in oanberne, himelske meganika dy't foar alle stjerren fansels sprekt. It is *ek wer* in stik egoïsme fan him, dy fynsinnichheid en selsbeheining yn 'e omgong mei syn gelikensens – alle stjerren binne sokke egoïsten – ; hy earet *himsels* yn harren en yn 'e rjochten dy't er har jout, hy twifelet der net oan dat de útwikseling fan earen en rjochten as de essinsje fan al it sosjale ferkear likegoed in natuerlike stân fan saken is. De foarname siele jout sa't er nimt, fanút it fûle en opljepperige ynstinkt fan ferjilding dat syn djipste grûn útmakket. It begryp 'genede' hat 'inter pares' (tusken gelikensen) gjin sin of goede rook; der kin in sublime manier fan dwaan wêze en lit geskinen fan boppen om it samar te sizzen oer jin hinne komme en drink se as wetterdrippen toarstich op: mar foar dy keunst en manier fan dwaan hat de foarname siel gjin oanlis. Syn egoïsme is him dêr yn 'e wei: hy sjocht überhaupt net graach nei 'boppen', – mar of *foar* him, horizontaal en stadich, of nei ûnderen: – *hy wit himsels beech.* –

[266]

'Yn wierheid heechachtsje kin allinnich wa't himsels net *siket*'.
– Goethe oan Rath Schlosser.

Der is in siske by de Sinezen dat de memmen har bern al leare: 'siao-sin', 'meitsje dyn hert *lyts!*' Dat is de úteinlikse essinsjele oanstriid fan lette beskavingen: ik twifelje der net oan dat in antike Gryk ek by ús Europeanen fan hjoed it earst de selsferlytsing opmerke soe, – allinnich al dêrmei soene wy yn syn eagen 'tsjin de goede smaak' yngean. –

Wat is by einsluten it banale, it miene? – Wurden binne toantekens foar begripen; begripen binne lykwols mear of minder beskate byldtekens foar faak weromkommende en byinoar kommende ûnderfiningen, foar ûnderfiningskloften. It is foar it begripen fan inoar noch net genôch dat men deselde wurden brûkt: men moat deselde wurden ek foar deselde foarfallen fan ynderlik belibjen brûke, men moat by einsluten jins ûnderfining meiïoar *mien* ha. Dêrom begripe de minsken fan ien folk inoar better as dyen fan ferskate fôlken, sels as se deselde taal brûke; of better, as minsken lang yn deselde omstannichheden meiïoar libbe ha (kwa klimaat, boaiem, gefaar, ferletten, wurk), dan *ûntstiet* dêrút wat dat 'inoar ferstiet', in folk. Yn alle sielen ha deselde faak weromkommende ûnderfiningen de oerhân krigen oer dy't minder faak foarkomme: op grûn dêrfan begrypt men inoar hieltyd flugger – de skiednis fan 'e spraak is de skiednis fan in ôfkoartingsproses – ; troch dat flugge begryp is men ferbûn, hieltyd nauwer. Namste grutter it gefaar, namste grutter it ferlet en kom fluch en flot út 'e rie oangeande dat wat dien wurde moat; inoar yn it gefaar net misbegripe, dat is dêr't de minsken by alle kommunikaasje net sûnder kinne. Sels by freonskip of leafde wurdt dat altyd hifke: neat dêrfan is duorsum sagau't men

yn 'e rekken kriget dat ien fan beiden by deselde wurden oars fielt, bedoelt, fermoedt, winsket, frezet as de oar. (De freze foar it 'ivige misbegripen': dat is de goedwillige geast dy't minsken fan ûngelikens slachte sa faak fan oerhastige ferbyntenissen ôfhâldt, dêr't hert en sinnen ta riede – en *net* ien of oare Schopenhaueriaanske 'geast fan 'e soarte' – !) Hokker groepen fan ûnderfiningen yn in siel it earst wekker wurde, it wurd nimme, lieding jouwe, dat is beskiedend foar de algehele rangoarder fan syn wearden, dat bepaalt by einsluten syn morele ynventaris. De weardeoardielen fan in minske jouwe wat bleat fan 'e *opbou* fan syn siel, en fan wat er as syn libbensbetingsten, syn eigentlike need sjocht. Oannommen, dat de need fan âlds allinnich minsken byinoar brocht, dy't mei lyksoartige tekens lyksoartige ferletten, lyksoartige ûnderfiningen oantsjuten, dan docht oer it generaal bliken dat de maklike meidielberens fan 'e need, dat is yn lêste ynstânsje it ûnderfinen fan inkeld gewoane en *miene* ûnderfiningen, fan alle krêften dy't oer de minske stien ha de sterkste west ha moat. De lyksoartiger, de gewoanere minsken wiene en binne altyd yn it foardiel, de spesjalere, fynsinniger, seldsumer, minder goed te begripen minsken bliuwe maklik allinne, geane, yn har feriensuming, maklik oan ûngemakken te sink en ha komselden neiteam. Unhuere tsjinkrêften moatte oanroppen wurde om dy natuerlike al te natuerlike 'progressus yn simile' (dat der mear fan itselde komt), it trochsjitten fan 'e minske yn it lyksoartige, gewoane, trochsneedske, keppelige – yn it *miene!* – te trochkrusen.

[269]

Wat mear in psycholooch – psycholooch en sielierieder fan natuere, út ynderlike needsaak – him op 'e spesjalere gefallen

en minsken rjochtet, wat mear stiet er faai om yn it meilijen te smoaren: hy hat hurdens en heurigens *nedich*, mear as wa ek. Want it yn ûnstjoer slaan, it der ûnder strûpen fan 'e hegere minsken, fan sielen mei in frjemder aard is de regel: it is in griis en haw sa'n regel hieltyd foar eagen. De komplekse marteling fan 'e psycholooch dy't dat der ûnder strûpen ûntdutsen hat, dat ivich 'Te let!' yn alle betsjuttingen fan it wurd, earst ien kear en dan *hast* hieltyd wer ûntdutsen, troch de hiele skiednis hinne, – dat kin faaks op in dei de oarsaak wêze dat er him ferbittere tsjin syn eigen lot keart en writen docht himsels te fergriemen, – dat er himsels 'út it stjoer slacht'. Men sil by hast alle psychologen in sprekende oanstriid, in nocht oan 'e omgong mei deistige en deeglike minsken obstrewearje kinne: dêrút sprekt dat sa 'nent der hieltyd ferlet fan hat om better te wurden, dat er in soarte fan flecht en ferjitnis nedich is, fuort fan wat him syn ynsjoggen en yngrepen, wat him syn 'hânwurk' op it gewisse treaun hat. De freze foar syn tinzen is him eigen. Hy hâldt him by it oardiel fan oaren sa mar stil: hy beharket mei it gesicht yn 'e ploai hoe't der fereare, bewûndere, bemind, idealisearre wurdt, dêre, dêr't hy *sjoen* hat, – of hy ferberget sels dat er him stil hâldt, en stimt mei klam mei ien of oare foargrûnmiening yn. Miskien giet de paradoksalens fan syn sitewaasje sa fier yn it ysbaarlike dat de kliber, de lju mei in oplieding, de dwepers krekt dêr, dêr't hy it grutte meilijen njonken de grutte ferachting leard hat, fan har kant de grutte ferearing leare, – de ferearing foar 'grutte mannen' en wûnderbisten, om wille fan dyen seinigje en earje se it heitelân, de ierde, de minsklike weardichheid, harsels, it foarbyld fan dyen wurdt de jongerein wiisd, ûnderwiisd... En wa wit, oft him net by alle gefallen fan gruttens krekt itselde ôfspile hat: dat de kliber in God oanbea – en dat de 'God' mar in earm offerbist

wie! It sukses hat altyd de grutste liger west, – en it ‘wurk’ sels is in sukses; de grutte steatsman, de oerweldiger, de ûntdekker is yn syn skeppingen ferklaaid en net te werkennen; it ‘wurk’, dat fan ’e keunstner, fan ’e filosoof, fynt pas dejinge út dy’t it koep, skepen ha moat; de ‘grutte mannen’, sa’t se fereare wurde, binne net samar lytse minne neitiidske optinkels; yn ’e wrâld fan histoaryske wearden *bearsket* de falskemunterij. De grutte dichters bygelyks, in Byron, Musset, Poe, Leopardi, Kleist, Gogol, – lyk as se no ienris binne, miskien wêze moatte: minsken fan mominten, fol fjoer, op ’e sintugen rjochte, bernich, yn fertrouwen en mistrouwen lightsinnich en hommels; mei sielen dêr’t trochstrings ien of oar brek fuortpoetst wurde moat; faak nimme se mei har wurken wraak foar in ynderlik skeind wêzen, faak sykje se mei har opspattingen ferjitnis foar in al te trou ûnthâld, faak binne se yn it slyk paadbjuster en der hast op fereale, oant se de dwylljochten om ’e sompen hinne belykje en *beare* dat se stjerren binne – it folk neamt har dan wol idealisten –, faak wrakselje se mei in lange wearze, mei in weromkommend spoek fan ûnleauwe dat kâld makket en har twingt en longerje op ‘gloria’ en fret it ‘leauwen yn harsels’ út ’e hannen fan bedwile flaikerts: – hok in *martlers* binne dy grutte keunstners en de hegere minsken útsoarte foar wa’t se ienris trochsjoen hat! It is oe sa begryplik dat *hja* krekt fan ’e frou – dy’t heldersjend yn ’e wrâld fan it lijen is en spitigernôch ek help- en rêdingsuchtich fier boppe har macht – sa maklik dy opspattingen fan in ûnbeswette, tige opofferjend *meilijen* ûnderfine, dy’t de kliber, fral de ferearjende kliber, net begrypt en ûnder nijsgjirrige en foar harsels noflike ynterpretaasjes bedobbet. Dat *meilijen* fersint him gauris yn syn krêft; de frou wol graach leauwe dat leafde *alles* oerwint, – it is har eigentlike *leauwe*. Och, dy’t fan it hert bewitten hat

riedt wol hoe earm, dom, helpleas, eigenwiis, knoffelich, earder in besiking as in útkomst sels de bêste djipste leafde is! – It is mooglik dat ûnder it mom en de hillige fabel fan it libben fan Jezus ien fan 'e smertlikste gefallen fan it martlerskip fan it *witten fan leafde* beskûl giet: it martlerskip fan it ûnskuldichste en begearichste hert, dat oan gjin minskeleafde ea genôch hie, dat leafde, it bemind wurden en neat dêrbûten *ba woe*, fol hurdens, fol dwylsin, fol yslieke opspattingen tsjin dyen dy't him leafde wegeren; de skiednis fan in earne siel, ûnbesêde en net te sêdzjen yn 'e leafde, dy't de hel útfine moast, om dêre dyen hinne te stjoeren, dy't him net leaf ha *woene*, – en dy't lang om let, nei't er witten fan 'e minsklike leafde krigen hie, in God útfine moast dy't hielendal leafde, hielendal it leaf ha *kinnen* is, – dy't de minskeleafde oandear, om't dy sa tige earmoedich, sa ûnwittend is! Wa't sa fielt, wa't sa lyk fan 'e leafde *wit* – , *siket* de dea. – Mar wêrom sokke smertlike saken neirinne? Oannommen dat men it net moat. –

[270]

De geastlike heechmoed en wearze fan eltse minske dy't djip lit hat – it beskiedt benei de rangoarder *hoe* djip as minsken lije kinne – , de ysbaarlike wissichheid, dy't him trochkrûpt en kleuret, troch syn lijen *mear te witten*, as de ferstannichsten en wiisten witte kinne, yn in protte fiere skriklike wrâlden bekend en ienris 'thús' west te hawwen, wrâlden dêr't '*jim* neat fan witte!' ... dy geastlike, swijsume heechmoed fan wa't ligt, dy grutskens fan wa't útferkard foar it ynsjoch is, 'ynwijd', benei offere, dy fynt alle foarmen fan ferklaaiing needsaaklik om him fan it taasten fan opkringerige en meilijerige hannen en út soarte fan alles wat net syn gelikens yn smert is, ôf te freedzjen. It djippe lijen makket

foarnaam; it skiedt ôf. Ien fan 'e subtylste ferklaiersfoarmen is it epikurisme en in beskate tenei foar it each droegen krigelens fan smaak, dy't it lijen net al te serieuus nimt en him tsjin al it treurige en djippe te skoar set. Der binne 'fleurige minsken' dy't har fan 'e fleurigens betsjinje om't se dêrtroch ferkeard begrepen wurde: – hja *wolle* ferkeard begrepen wurde. Der binne 'wittenskiplike minsken' dy't har fan 'e wittenskip betsjinje om't dat in fleurich oansjen jout, en om't wittenskiplikens ymplisearret dat de minske oerflakkich is: – hja *wolle* in ferkearde konklúzje útlokje. Der binne frije dryste geasten dy't ferbergje en ferleagenje wolle dat se tebrutsene grutske net te bedokterjen herten binne; en somtiden is de healwizens sels it masker foar in ûnsillich al te wis witten. – En dêr docht út bliken, in fynsinniger foarm fan minsklikheid is it en haw earbied 'foar it masker', en wês net psycholooch of nijsgjirrich dêr't soks gjin foech jout.

[271]

Wat twa minsken it djipste skiedt is in ûngelikense opfetting en graad fan it skjinn op jinsels wêzen. Wat helpt alle bravens en wjersidige nuttichheid, wat helpt alle goede wil foar inoar oer: by einsluten komt it hjir op del – hja 'kinne inoar net rûke!' It heechste ynstinkt om skjinn op jinsels te wêzen jaget dejinge dy't soks eigen is yn 'e wûnderlikste en faaiste feriensuming, as in hillige: want dat is no krekt hilligens – de heechste fergeastliking fan nisneamd ynstinkt. Ien of oar meiwitten fan in net te beskriuwen follens yn it lok fan it bad, ien of oare jachtigens en toarst dy't de siel hieltyd út 'e nacht yn 'e moarn en út it treurige, de 'treurichheid' yn it ljochte, glânzige, djippe, fynsinnige jaget – : like goed as sa'n oanstriid *ûnderskiedt* – *skiedt* er ek. – It meilijen fan 'e hillige is it meilijen mei de *smoargens* fan it minsklike, al te

minsklike. En der binne gradaasjes en hichten dêr't it meilijen sels troch him as ûnhimmelens, as smoargens field wurdt ...

[272]

Teken fan foarnaamheid: nea der op sinne en helje ús plichten del troch der plichten foar elkenien fan te meitsjen; de eigen ferantwurdlikheid net kwyt wolle, net mei oaren drage wolle; jins foarjochten en de útoefening dêrfan ûnder jins *plichten* rekkenje.

[273]

In minske dy't wat gruts bestribbet, sjocht elkenien dy't er op syn baan moetet of as middel of as beletsel en fertraging – of as tydlik rêstbêd. De him eigene ferhevene *goedens* foar syn meiminsken oer is pas mooglik as er op syn eigen hichte stiet en hearsket. It ûngeduld en syn bewitten, oant it safier is hieltyd ta komeedzje feroardiele te wêzen – want sels de striid is in komeedzje en ferberget, lykas alle middels it doel ferbergje – , dy bedjerre him alle omgong: dat soarte fan minske ken de iensumens en wat dy oan aldergiftichst yn hat.

[274]

It probleem fan 'e wachtsjenden. – Der binne lokkige tafallen nedich en in protte ûnberekenbers dat in hegere minske, dêr't de oplossing fan in probleem yn sliept, noch op it krekte stuit begjint te hanneljen – 'útbrekt', lykas men sizze kin. It bart trochstrings *net*, en yn alle úthoeken fan 'e ierde sitte wachtsjenden dy't amper witte yn hoe fier't se wachtsje, noch minder lykwols dat se om 'e nocht wachtsje. Somtiden komt de wekrop te let, dat tafal dat it 'frij' om te hanneljen jout, – as al de bêste jonkheid en krêft om te hanneljen troch stil te sitten

ferbrûkt binne; en hoe mannich minske fernaam kjel, krekt doe't er 'opsprong', dat de lea him sliepten en de geast him al te swier wie! 'It is te let' – sei er tsjin himsels, mei't er it leauwe yn himsels ferlern hie, en no foar ivich ûnnut. – Soe, yn it ryk fan it sjeny, de 'Rafaël sûnder hannen', dat yn syn breedste betsjutting nommen, miskien net de útsûndering mar de regel wêze? – It sjeny is miskien hielendal net sa seldsum: mar de fiifhûndert *bannen* dy't it nedich hat, om de 'kairos', 'it krekte stuit' – te betirannisearjen, om it tafal by de bokse te gripen!

[275]

Wa't it hege oan in minske net sjen *wol*, sjocht namste skerper nei dat wat leech en foargrûn oan him is – en ferriedt himsels dêrmei.

[276]

By allerhanne skansearring en ferlies is de legere en groffere siele der better oan ta as de foarnamere: de gefaren foar de lêste kinne oars net as grutter wêze, de kâns dat er ferûngelokket en te sink giet is sels, fanwege de kompleksiteit fan syn libbensbetingsten, kolossaal. – By in gerskrûper groeit in finger dy't er kwyt rekke wer oan: by in minske net. –

[277]

-Slimmernôch! Wer it âlde lietsje! As men klear is mei it bouwen fan jins hûs, fernimt men oft men der ûnfoarsjoen wat by leard hat dat men eins witte moatten hie, foar't men mei it bouwen – begûn. It ivige jammerdearlike 'Te let!' – De mankelikens fan al dat *klear* is!...

[278]

- Swalker, wa bisto? Ik sjoch dy dyn wegen gean, sûnder hún, sûnder leafde, mei eagen dy't neat ferriede; fochtich en treurich as in sjitlead, dat ûnbesêde út alle djipten wer foar it ljocht kaam – wat socht er dêrûnder doch? – , mei in boarst dat net suchtet, mei in lippe dy't syn wearze beskûl berget, mei in hân dy't mar stadich mear grypt: wa bisto? Wat diesto? Rêst hjir efkes út: dit plak is foar alle gasten freonlik, – ûntspan dy! En wa'st ek wêze meist: wat soe dy no haagje? Wat is dyn ûntspanning? Sis it mar: wat ik ha, bied ik dy oan! – 'Myn ûntspanning? Myn ûntspanning? Och, do nijsgjirrigert, wat seisto dêr! Mar jou my dan, freegje ik – 'Wat dan? Wat dan? Sis it mar! – 'In masker mear! In twadde masker!'

[279]

De minsken fan it djippe fertriet ferriede har as se lokkich binne: se ha in manier fan dwaan en hâld it lok fêst, as woene se it fynknipe en smoare, út oergeunst, – och, se witte mar al te goed dat it har aansen wer ûntflechtsje sil!

[280]

'Net bêst! Net bêst, no? Giet er ommers net – tebek?' – Ja! Mar jim begripe him ferkeard as jim dêr oer kleie. Hy giet tebek lykas ien dy't in grutte sprong springe wol. –

[281]

- 'Sille de minsken my leauwe? Mar ik easkje fan har dat se my leauwe: ik ha altyd net goed oan my, oer my tocht, allinne yn seldsume gefallen, allinne twongen, hieltyd sûnder nocht 'ta de saak', ree fan 'my' ôf te doarmjen, hieltyd sûnder leauwe yn it

risseltaat, troch in net te berongjen mistrouwen tsjin 'e *mooglikheid* fan selskennis, dat my safier brocht hat en fiel sels it begryp 'fuortendalikse kennis', dat de teoretisy harsels permittearje, as in *contradictio in adjecto* ('in yn himsels tsjinstridich eigenskipswurd'): – dat feit is benei it meast wisse dat ik oer mysels wit. Der moat in soarte fan tsjinnichheid yn my wêze om wat fêst oer mysels te *leaurwen*. – Giet dêr faaks in riedsel yn beskûl? Fan neisten; mar lokkigernôch net ien foar myn eigen tosken. – Miskien ferriedt it de soarte dêr't ik ta hear? – Mar net oan my: en dat is my bêst genôch. – ‘

[282]

‘Mar wat is der mei dy?’ – ‘Ik wit it net,’ sei er wifkjend, ‘miskien binne de harpijen by my oer de tafel flein.’ – It komt hjoeddedei somtiden foar dat in myld dimmen evenredich man ynienen poer wurdt, de boarden op 'e grûn bruit, de tafel omsmyt, âlet, tjriget, de hiele wrâld mislediget – en lang om let fuort giet, beskamme, lilk op himsels, – wêrhinne? Wêrom? Om yn 'e iensumens te ferhongerjen? Om yn syn ûnhâld te smoaren? – Wa't de begearten fan in hege kekene siel hat en mar selden syn tafel fol, syn iten klear fynt, dy syn gefaar sil yn alle tiden grut wêze: hjoeddedei is it lykwols bûten alle roai. Yn in tiidrek fan lawaai en massa's wurpen, dêr't er net mei út ien board ite mei, kin er sa mar oan hongere en toarst, of, as er lang om let al 'tataast' – oan in hommelse wearze te sink gean. – Wy ha fan neisten allegear al ris oan in tafel sitten dêr't wy net thús hearden; en krekt de geastliksten fan ús, dy't it measte lijen ha om iten te finen, kenne dy nuodlike dyspepsia dy't út in hommels ynsjoch yn en fertriet om ús iten en it oansittend laach ûntstiet, – de *neitaffelerswearze*.

It is in fynsinnich en tagelyk foarnaam blyk fan selsbehearsking, oannommen dat men überhaupt priizgje wol, altyd allinne dêr te priizgjen, dêr't men *net* itselde oer tinkt: – oars soe men ommers jinsels priizgje, wat tsjin 'e goede smaak yn giet – it is al in blyk fan selsbehearsking, dat in aardige oanlieding en ympuls is foar it hieltyd *ferkeard begrepen* te wurden. Men moat, om it oan te doaren en permittearje jinsels dy wiere lúkse fan smaak en moraliteit, net ûnder de dwazen fan geast ferkeare, leaver ûnder minsken dêr't misferstannen en misgripen troch har subtilens noch wille jouwe, – oars sil men it djoer betelje moatte! – ‘Hy priizget my: *dat* hy jout my gelyk’ – dy ezeligens yn it konkludearjen bedjert ús klúzners it heale libben, want it bringt ezels yn ús buorskip en freonskip.

Mei in ûnbidige en grutske kalmens libje; hieltyd oarekant –. Jins affekten, jins foar en tsjin willekeurich ha en net ha, nei har nivo omleech gean, foar in pear oeren; op har *sitten gean*, as op hynders, faak as op ezels: – want men moat har dommens likegoed as har fjoer benutsje kinne. Jins trijehûndert foargrûnen ophâlde; en de swarte bril allyk: want der binne gefallen dat nimmen ús yn 'e eagen, minder noch yn 'e 'beweechreden' sjen mei. En dy bongelige en fleurige ûndeugd as selskip kieze, de hofflikheid. En hear fan jins fjouwer deugden bliuwe, fan 'e moed, fan it ynsjoch, fan it meifiellen, fan 'e iensumens. Want de iensumens is by ús in deugd, as in sublime oanstriid en oantrún fan 'e himmelens, dy't riedt hoe't it by it kontakt tusken minske en minske – ‘yn 'e mien-skip’ – ûnûntwynber net skjîn tagean sil. Alle mienskip makket, lykfolhoe, lykfolwêr, likefolle wannear dan ek, ‘gemien’.

[285]

De grutste barren en tinzen – mar de grutste tinzen binne de grutste barren – wurde it lêst begrepen: de generaasjes fan deselde tiid *belibje* sokke barren net, – hja libje deroan foarby. Der bart dan wat as yn it stjerreryk. It ljocht fan 'e fierste stjerreren komt it lêst by de minsken oan; en sa lang as it net oankommen is, *ûntkent* de minske dat der op dat plak – stjerreren binne. 'Hoefolle ieuwen hat in geast nedich om begrepen te wurden?' – dat is ek in mjitstêf, dêr makket men ek in rangoarder en etikette mei, sa't dy nedich is: foar geast en stjer. –

[286]

'Hjir is it útsjoch frij, de geast ferheven.' – Der is lykwols in tsjinoerstelde soarte fan minske, dy't ek op in hichte is en in frij útsjoch hat – mar *delsjocht*.

[287]

– Wat is foarnaam? Wat betsjut foar ús tsjintwurdich noch it wurd 'foarnaam'? Hoe riedt men, wêr werken men, ûnder de swiere ferstoppe loft fan it begjin fan 'e hearskippij fan 'e massa's dy't alles ûntrochsichtich en leadswier makket, de foarname minsken oan? – It binne net de hannelingen dêr't se har mei oppenearje, – hannelingen binne altyd kompleks, altyd min te bedjipjen – ; it binne ek de 'wurken' net. Men fynt tsjintwurdich ûnder keunstners en gelearden genôch fan sokken dy't troch har wurken ferriede hok in djippe begeharte nei it foarname har driuwt: mar krekt dat *ferlet* oan it foarname is wêzentlik oars as de ferletten fan 'e foarname siel sels, en beslist in alsizzend en faai skaaimerke fan it tekoart deroan. It binne net de wurken, it is it *leaurwe* dat op dat punt de trochslach jout, dat dêr de rangoarder

der fêststelt, om in âlde religieuze formule yn in nije en djippere betsjutting wer op te pakken: ien of oare basale wissichheid dy't in foarname siel oer himsels hat, in ding dat him net sykje, net fine en faaks ek net ferlieze lit. – *De foarname siele hat earbied foar himsels.* –

[288]

Der binne minsken dy't op in ûnûntkombere wize geast ha, hja meie heech of leech springe as se wolle, en de hannen foar de eagen dy't har ferriede hâlde (– as soe de hân gjin ferrieder wêze! –): by einsluten komt hieltyd út dat se wat ha dat se besiden hâlde, en dat is geast. Ien fan 'e subtylste middels en ferrifelje de lju sa lang mooglik en doch jin mei sukses foar as dommer as men is – wat yn it gewoane libben faaks sa wolkom is as in paraplu – , hat de namme *begeastering*: derby rekkene wat derby heart, bygelyks deugd. Want, lykas Galiani seit, dy't it witte koe – : 'vertu est enthousiasme' (deugd is entûsjasme).

[289]

Men heart yn 'e skriuwsels fan in klúzner altyd wat fan 'e wjerklank fan 'e woastenij, wat fan 'e flústertoan en it skouwe om jin hinne sjen fan 'e iensumens; út syn krêftichste wurden, út syn gjalp klinkt sels noch in nije en faaiere soarte fan swijen, ferswijen op. Wa't jier út jier yn en nacht en dei allinnich mei syn siel yn fertroulik skeel en twapetear gearsit holden hat, wa't yn syn hoale – it kin in labyrint mar ek in goudskacht wêze – in hoalebear of skatwachter en draak waard: dy syn seldichste begripen krije op it lêst in eigen twiljochtkleurke, eat dat likegoed nei de djipte as nei ferrotting rûkt, wat ûnsisbers en tsjinnichs dat alle foarbygongers kâld yn it antlit blaast. De

klúzner leaut net dat in filosoof ea – oannommen dat in filosoof altyd earst in klúzner wie – syn úteinlikse en lêste mieningen yn boeken opskreaun hat: skriuwt men ommers gjin boeken om te ferbergjen wat men yn jin berget? – ja hy sil betwifelje oft in filosoof eins wol ‘lêste en úteinlikse’ mieningen ha *kin*, oft by him net ûnder alle hoalen noch djippere hoalen lizze, lizze moatte – wider fiemjende, frjemdere, rikere wrâlden boppe alle oerflakken, ôfgrûnen njonken alle grûnen, ûnder alle ‘basearringen’. Alle filosofyen binne foargrûnfilosofyen – dat is in klúznersoardiel: ‘It hat wat willekeurichs dat *hy* hjir stean bleau, weromseach, om him hinne seach, dat er *hji*r net djipper dolde en de lodde dellei, – en dat ropt ek fertinking op.’ Alle filosofyen *ferbergje* ek in filosofy; alle mieningen binne ek in sideplak, alle wurden binne ek in masker.

[290]

Alle djippe tinkers binne banger foar it begrepen wurden as foar it ferkeard begrepen wurden. It lêste kniest miskien har idelens; it earste lykwols har hert, har meifiellen dat altyd seit: ‘Och wêrom wolle *jim* it ek sa dreech ha, as my?’

[291]

De minske, in kompleks, ligerich, ûnnatuerlik en ûntrochsichtich dier, dat oare dieren minder troch syn krêft as troch syn fernimstigens en tûkens benearret, hat it goede gewisse útfûn, dat er syn siel ris fol wille as *ienfâldich* belibje kin; en de hiele moraal is in flinke lange ferrifeling, dy’t wille by it oansjen fan ‘e siel pas mooglik makket. Ut dat perspektyf wei beflapt it begryp ‘keunst’ faak folle mear as de minsken ornaris leauwe.

In filosoof: dat is in minske dy't hieltyd bûtengewoane dingen belibbet, sjocht, heart, eanget, hopet, dreamt; dy't troch syn eigen tinzen as troch saken fan bûten, fan boppen en fan ûnderen, as troch *syn* soarte fan barren en tongerslaggen troffen wurdt; dy't sels faaks in tongerbui is, swier fan nije blitsen; in minske fol needlot, dêr't it altyd rommelet en gromt en skuort en aaklik om en ta giet. In filosoof: och, in wêzen, dat faak by himsels weirint, faak bang foar himsels is, – mar te nijsgjirrich is om net hieltyd wer 'ta himsels te kommen'...

In man dy't seit: 'Dat foldocht my, dat nim ik as myn eigen, ik sil it hoedzje en tsjin alleman noedzje'; in man dy't in ûndernimmen liede, in beslút trochsette, in gedachte trou wêze, in frou fêsthâlde, dryst folk straffe en ûnderwerpe kin; in man dy't syn grime en syn swurd hat, en dêr't swakke, lijerige of ferdrukte minsken, ek dieren, har graach foar deljouwe en fan natuere hearrich oan binne, koartsein in man dy't fan natuere *baas* is, – as sa'n man meilijen fielt, no, *dat* meilijen is wat wurdich! Mar wat kin it meilijen fan minsken dy't lije skele! Of minsken dy't sels meilijen preekje! Der is tsjintwurdich hast oeral yn Europa in syklike fynfielligens en fetberens foar pine, likegoed as in wearzich tekoart oan mjitte yn it kleien, in ferslopping dy't him mei religy en filosofyske flarden en bellen optutsje wol as wat hegers, – der is in wiere kultus fan it lijen. De *ûnmanlikens* fan wat yn sokke dwepersrûnten 'meilijen' doopt wurdt, springt, neffens my, altyd earst yn it each. – Men moat dy nijste soarte fan wansmaak mei foarsje en faasje yn 'e ban dwaan; en ik woe by einsluten ha, lis foar dat doel de goede

amulet 'gai saber' om hals en hert, – 'fleurige wittenskip', om it de Dútsers te ferdútsen.

[294]

De Olympyske ûndeugd. – Nettsjinsteande dy filosoof, dy't as echte Ingelskman it laitsjen yn alle tinkershollen min meitsje woe – 'It laitsjen is in slim tekoart fan 'e minsklike natuer, dat alle tinkende wêzens besykje sille te oerwinnen' (Hobbes) – , soe ik my sels in rangoarder fan filosofen tastean wolle, krekt neffens hokker rang oft har laitsjen is – oant en mei harren dy't ta it *goudene* laitsjen by steat binne. En útgeande fan 'e ferûnderstelling dat goaden ek filosofearje, dêr't meardere konklúzjes my al ris ta twongen ha – , stiet it neffens my net yn bestân dat se dêrby ek op in boppeminsklike en nije wize laitsje kinne – en op kosten fan alle serieuze saken! Goaden meie graach gekjeie: it skynt sa te wêzen, se kinne sels by hillige hannelingen it laitsjen net litte.

[295]

It sjeny fan it hert, lykas dy grutte ferburgene it hat, de ferliedergod en yngrevene rottefanger fan it gewisse, dy syn stim oant yn 'e ûnderwrâld fan eltse siel ôfsakje litte kin, dyjinge dy't net in wurd seit, net ien kear de eagen opslacht of it is mei it doel en de draai fan ferlokking, en it heart by syn masterskip dat er de skyn behearsket om te belykjen – net wat er is mar wat dyen dy't him folgje in twang te *mear* is, om hieltyd tichter by him op te kringen, om him hieltyd fûler en yngeander te folgjen: – it sjeny fan it hert, dat al it lûde en selsfoldiene stil makket en hearrigens oanleart, dat de rûge sielen glêd strykt en har in nije langstme priuwe lit, – stil te lizzen as in spegel, dat de djippe himel yn har spegelet – ; it sjeny fan it hert, dat de ûnnoazele

en oerhastige hân leart yn te hâlden en sierliker te gripen; dat de ferburgene en fergettene skat, it dripkje goedens en swiete geastlikens ûnder tryst tsjok iis riedt en in wichelroede foar alle kerreltsjes goud is, dy't lang yn 'e tsjerker fan in protte drits en sân begroeven leine; it sjeny fan it hert, dêrtroch oanrekke giet elkenien riker fuort, net begenedige en ferrast, net mei it lok en de druk fan frjemd guod, mar riker oan himsels, nijer foar himsels as ea, iepen brutsen, troch in teiwyn bewaaid en befregge, miskien minder wis, sêfter, brekberder, tebrutsener, mar fol ferwachtingen dy't noch gjin namme ha, fol nije wil en streamen, fol nije ûnwil en tsjinstreamen... mar wat doch ik, freonen? Oer wa sprek ik mei jim? Fergeat ik mysels sadanich dat ik jim net ienris syn namme neamde? Of ha jim út jimsels al ret wa't dy net ûnbetinklike geast en god is, dy't op sa'n wize *love* wurde wol. Want sa't it ien giet dy't altyd ûnderweis en om utens is, sa is my ek mear as ien seldsume en net ûngefaarlige geast oer it mad kommen, mar fral dy, dêr't ik niis fan spruts, en dy hieltyd wer, gjin oare nammentlik as de god *Dionysos*, dy grutte dûbelsinnige ferlieder-god, dy't ik ienris, lykas jim witte, yn alle geheim en earbied myn earstlingen oanbean ha – as de lêste, sa liket it my ta, dy't him in *offer* brocht: want ik fûn gjinien dy't begriep wat ik doe die. Underwyls learde ik in protte, mear as in protte oer de filosofy fan dy God en, lykas sein, fan mûle ta mûle, – ik, de lêste jongfeint en ynwijde fan 'e God *Dionysos*: en ik soe der by einsluten wol ienris oan begjinne wolle en lit jim, myn freonen, in bytsje, foar sa fier't it my tastien is, fan dy filosofy ta jim nimme? Mei ynholden stim, dat jout foech: want it giet dêrby om in protte geheims, nijs, frjemds, wûnderliks, ysliks. Allinne al dat *Dionysos* in filosoof is, en dat goaden ek filosofearje, liket my in nijichheid te wêzen, dy't net ûnskuldich is en dy't miskien

by filosofen mistrouwen oproppe kin, – by jim, myn freonen, is dêr al minder op tsjin, of it moat al wêze dat it te let en net op it krekte stuit komt: want jim leauwe tsjintwurdich net graach, lykas my trochdien is, yn God en Goaden. Miskien ek dat ik yn 'e frijmoedichheid fan myn fertelling fierder gean moat as de strange gewoanten fan jim earen leaf is? Wis gie de nisneamde God by sokke twapetearen fierder, in grut ein fierder, en wie my hieltyd in protte stappen foarút... Ja, ik soe, as it mocht, him neffens minskewenst moaie plechtige pronk- en deugdnammen jaan, en romje syn ûndersikers- en ûntdekkersmoed, syn dappere earlikheid, oprjochtheid en leafde foar de wiisheid. Mar al dy earbiedwaardige brol en pronk kin sa'n God neat mei. 'Bewarje dat', soe er sizze, 'foar dysels en dyn gelikensens en wa't dat fierder nedich hat! Ik – ha gjin reden en dek myn bleatens ta!' – Men tinkt al: it ûntbrekt dy soarte fan godheid en filosoof miskien oan skamte? – Sa sei er ienris: 'Under guon mstannichheden hâld ik fan 'e minske' – en dêrby doelde er op Ariadne, dy't dêr ek wie – : 'De minske is yn myn eagen in noflik dapper fernimstich dier dat op ierde gjin gelikensen hat, hy fynt yn alle labyrinten syn paad. Ik bin goed foar him: ik sin der faak op hoe't ik him noch fierder bringe kin en meitsje him sterker, kweader en djipper as dat er is.' – 'Sterker, kweader en djipper?', frege ik kjel. 'Ja', sei er noch in kear, 'sterker, kweader en djipper; ek moaier' – en dêrby lake de ferlieder-god halkyonysk, as hie er krekt in betsjoenjend komplimint utere. Men sjocht hjir tagelyk ek: it ûntbrekt dy godheid net allinne mar oan skamte – ; en der binne goede redenen om te tinken, dat foar bepaalde saken de goaden allegear noch wat fan ús minsken leare kinne soene. Wy minsken binne – minskliker...

Och wat binne jim no, jim, de tinzen dy't ik skreau en skildere! It is net lang ferlyn, doe wiene jim noch sa bûnt, jong en kwea-aardich, fol stikels en geheime krûden, dat ik prûste en laitsje moast – en no? No ha jim jim nijichheid al ôflein, en guon fan jim binne, bin ik bang, al ree om wierheden te wurden: sa ûnstjerlik sjogge se der al út, sa rjochtskepen dat it jin by it hert kriget, sa ferfeelsum! En hat it ea oars west? Hokker saken skriuwe en skilderje wy nei, wy mandarinen mei it Sineeske pinsiel, wy ferivigers fan dingen dy't har skriuwe *litte*, wat allinnich kinne wy dan neiskilderje? Och allinnich mar dat, wat ferwylje wol en him begjint te ferrieden! Och altyd allinnich mar tongerbuien dy't ferwaair en ynein binne, en giele lette fiellingen! Och altyd allinnich mar fûgels dy't harsels wurch fleagen en har ferfleagen en har no mei de hân fange litte, – mei *ús* hân! En it is allinnich mar jim *neimiddei*, jimme de tinzen dy't ik skreau en skildere, dêr't allinnich ik de kleuren foar ha, in protte kleuren miskien, in protte bûnte tearheden en fyftich tinten giel en brún en grien en rea: – mar gjinien sil dêr út opmeitsje kinne, hoe't jim der yn jim dage útseagen, jim hommelse sparken en wûnders fan myn iensumens, jim myn âlde beminde – *slimme* tinzen!

Ut bege bergen. Neisang

Och libbens middei! Plechtige tiid!

Och simmertún swiid!

Ridelich lok yn it stilstean en gnuven en wachtsjen:

– De freon wachtsje ik op, dei en nacht ree yn it wachtsjen,

Wêr bliuwe jim freonen? Kom! It is tiid! It is tiid!

Wie it net foar jim dat de gletsjer syn grauwers

Him hjoed bepronket mei roazeknoppen?

Jim siket de beek, fol langst it driuwen en skoppen

Fan wyn en wolken heger hjoed yn 'e blauwers

Om jim te begnuven út fierste fûgelkouwen.

Yn it heechste waard foar jim myn tafel dutsen:

– Wa wennet sa deun by de stjerren,

Wa by de ôfgrûn syn gryslikste djippens?

Myn ryk – hok ryk hat him fierder rutsen?

En it segel fan myn huning – wa ferbrutsen?...

– Dêr *binne* jim, freonen! – Wee, mar *ik* bin it net,

Dêr't jim hinne woene?

Jim wifkje fernuvere – och dat jim gekjeie koene!

Ik – bin it net mear? Betiisd de hân, de lea fan 'e set

En *wat* ik bin, freonen – bin ik it net?

In oar waard ik? En my sels frjemd?

My sels ûntsprongen?

In strider dy't te faak himsels betwong?

Te faak syn krêft tsjin himsels rjochte,
Troch eigen sege wûne en sljochte?

Ik socht dêr't de wyn syn hurdste waaien wit?
Ik learde it en libje
Dêr't nimmen libbe, dêr't iisbearen bangich bibje,
Ferlearde minske en God, flok en gebed?
Waard in spoek dat op in gletsjer taset?

– Jim âlde freonen! Sjoch! No sjogge jim bleek,
Fol leafde en wearze!
Nee, gean mar fuort! Net lik! Hjir – koene *jim* net wêze:
Hjir by it fierste iis- en rotseryk –
Hjir moat men jager wêze en gems allyk.

In *slimme* jager waard ik! – Sjoch, mei hok wreed hâld
As ik myn bôge spande en ruts!
De sterkste wie it dy't sa'n spanning luts – :
Mar tink derom! Nuodlik is *de* pylke syn bewâld,
As *gjint*, – no fuort! Om jim behâld! ...

Jim keare om? – Och hert, droechst net te min,
Dyn hoopjen bleau sterk yn syn dop:
Hâld *nije* freonen de doarren op!
Lit de âlde gewurde! Alles út it sin!
Wiest ienris jong, no – bist it mei mear ferwin!

Wat ea ús bûn, ien hoop, dy bân,
– Wa lêst de tekenen
Dy't leafde skreau, noch, de bleken?

It perkamint beliket it, dat de hân
Skou is te gripen, – bang foar swart en brân.

Gjin freonen mear, dat binne – hoe sis ik it doch?
– Allinne spoeken fan kornuten!
Dat kloppet my nachts noch op hert en ruten,
Dat sjocht my oan en seit: ‘Wy wiene it doch?’
– Och wilich wurd dat ea as roazen rûke mocht!

Och jongfeintelangst dy’t ik misbelibbe!
Dy’t *ik* yn langstme socht,
Dy’t ik mysels yn sibbe feroare tocht,
Dat se *âld* waarden hat har ferbanning brocht:
Inkeld dy’t him feroaret, bliuwt my besibbe.

Och libbens middei! Twadde jongfeintetiid!
Och simmertún swiid!
Ridelich lok yn it stilstean en gnuven en wachtsjen!
De freon wachtsje ik op, dei en nacht ree yn it wachtsjen,
De *nije* freonen! Kom! It is tiid! It is tiid!

* * *

Dit liet is út, – de swiete langst ferteach,
Yn ’e mûle dea bleaun:
In tsjoender die it, op it goede stuit de freon,
De middeisfreon – nee! Freegje net wa –
De middeis wie it, doe waard út ien twa...

No fiere wy, wis fan feriene segetocht
It feest fan feesten:
Freon *Zarathustra* kaam, de gast fan gasten!
No laket de wrâld, it skier gerdyn fertsjocht,
It houlik kaam foar tsjusterens en ljocht...

[ein]

